

TRIJE KOMEEDZJES



WILLIAM SHAKESPEARE

# Trije komeedzjes

yn Fryske oersetting fan

Douwe Kalma

Mei ynliedingen fan Eric Hoekstra

BORNMEER & STICHTING ELF | 2004

Dizze útjefte is mei mooglik makke troch  
de Provinsje Fryslân en de Douwe Kalma Stifting.

ISBN 90 5615 80 4

NUR 675

Earder ferskynd yn diel 1 yn de rige Shakespeare's wurk,  
Fryske Shakespeare Stifting 1956

© Douwe Kalma Stifting, Eric Hoekstra, 2004

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde sûnder dat der skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôf giet.

Omstavering: Eric Hoekstra, Ljouwert

Foarmjouwing: Gert Jan Slagter, Grins

Setwurk: Robert Seton, Wânswert

Printwurk: Koninklijke Wöhrmann, Sutfen

In útjefte fan de stichting ELF en útjouwerij Bornmeer

[www.bornmeer.nl](http://www.bornmeer.nl)

[www.elf.nl](http://www.elf.nl)

# Ynhâld

Oer “In Komeedzje fol Fersinnen”	7
IN KOMEEZJE FOL FERSINNEN	13
<i>Ta ferklearring</i>	95
<i>Tafoeging fan Douwe Kalma</i>	97
Oer “Leafde’s Lêst net Leanne”	99
LEAFDE’S LEST NET LEANNE	109
<i>Ta ferklearring</i>	210
<i>Tafoeging fan Douwe Kalma</i>	213
Ferealens as boarne fan ûntrou yn “De Twa Eallju fan Verona”	215
DE TWA EALLJU FAN VERONA	221
<i>Ta ferklearring</i>	308
<i>Tafoeging fan Douwe Kalma</i>	309



## Oer “In Komeedzje fol Fersinnen”

*Is “In Komeedzje fol Fersinnen” in ûn-Shakespeareanske komeedzje?*

“In Komeedzje fol Fersinnen” of, sa’t de oarspronklike titel is, “The Comedy of Errors”, wurdt gauris fan sein dat it de earste komeedzje is dy’t Shakespeare (1564-1616) skreau. De reden dêrfoar is dat it stik yn beskate opsichten oars is as syn oare komeedzjes. Sa hâldt it stik him oan ’e regels, beskreaun troch Aristoteles, dy’t foar it toaniel yn ’e klassike Aldheid gouwen: de ienheid fan tiid, plak en hanneling. Dat wol sizze dat it toanielstik op ien plak spilet, dat de hanneling binnen ien dei beslikke is en dat der mar ien hanneling (plot) is. Lykwols bekroade sels yn ’e Aldheid lang net elkenien him om Aristoteles syn estetysk ideaal. Yn ’e gauris wat skoalske Renêssânse wurdt Aristoteles op ’e nij ûntdutsen en wurde de regels gauris wat al te skoalsk en strang preskriptyf ynterprearre.

Omdat Shakespeare him allinnich yn dit stik om dy skoalske regels bekroadet, wurdt oannommen dat it syn earste stik wie. Alhiel wis is soks net, mar it is wol moai wis dat dit ien fan syn eardere stikken is. It waard nammentlik foar it earst opfierd in 1594. “In Komeedzje fol Fersinnen” kipet der ek yn oare opsichten wat út. De ferbale humor, oars sa karakteristyk, is net prominint oanwêzich. De humor sit him fral yn ’e slapstick, teweibrocht troch de ferwikseling fan ’e twillingen sûnder dat immen dat troch hat, ek de twillingen sels net. By einsluten is dizze komeedzje ek it koartste stik dat Shakespeare skreau. It stik is frijwat populêr by it grutte publyk: de ferwikselings-sênes binne no ien kear och sa grappich op in ûnkomplisearre wize.

*De woartels fan 'e komeedzje.*

De komeedzjes fan Shakespeare komme net út 'e loft fallen. De man ûntliet it plot fan syn komeedzjes gauris oan klassike skriuwers. Wichtiger is lykwols dat der yn Ingelân yn 'e tiid fan Shakespeare gjin tradysje fan kwalitatyf heechsteande komeedzje wie. Dy wie der lykwols al yn Itaalje. Dat feit is minder bekend, en kriget net genôch omtinken, om't de measte kritisy gjin Italiaansk lêze en de Ingelske kritisy boppedat net frij binne fan in nasjonalistysk foaroadiel dat alles ôfwiist wat ek mar yn 'e fierste fierte ôfbrek liket te dwaan oan 'e godlike genialiteit fan "the bard". It is lykwols moai wis dat Shakespeare in protte opstutsen hat fan Italiaanske en Spaanske komeedzjes. Shakespeare moat dêrom net inkeld as in eksponint fan 'e (oant dan frijwat primitive) Ingelske komyske tradysje sjoen wurde, mar likegoed as in eksponint fan 'e tradysje fan Italiaanske en Spaanske komeedzjes: mei oare wurden, Shakespeare is krekt as Erasmus en de measte skriuwers fan dy tiid net yn in nasjonale tradysje te fangen, mar earder in eksponint fan in Europeeske tradysje.

It plot fan "In Komeedzje fol Fersinnen" hat Shakespeare ûntliend oan 'e Romeinske komeedzje "Menaechmi" ("Twillingen"), skreaun troch Plautus (likernôch 254-184 foar Kristus). It hat alle kâns dat Shakespeare it stik yn it Latyn lêzen hat, want in Ingelske oersetting kaam pas yn 1595 út en doe wie Shakespeare syn stik al ris opfierd. Shakespeare hat it plot radikaal oanpast: by Shakespeare binne de twa slaven fan 'e twillingen sels ek twillingen en dat makket ekstra fersinnen tusken baas en slaaf mooglik. In oare oanpassing fan Shakespeare is dat de frou (Adriana) fan 'e iene twilling in dúdlik karakter kriget en in suster hat. Dat makket it plot kompleksier mei't de oare twilling (Antipholus fan Syracuse, oansjoen foar de echtgenoat fan Adriana, Antipholus fan Efeze) stiket om de hân fan har suster Luciana. En der is in ekstra plotline taheakke dêr't de heit

en mem fan 'e twillingen noch yn libje, wylst dat by Plautus net sa wie. Wichtiger is dat Plautus syn stik klearebare komeedzje is, wylst der yn Shakespeare syn ferzje ek in tsjustere tragyske ûndertoan sit (sjoch de neikommende seksje). Shakespeare hat ek materiaal fan oare boarnen oernommen. De sêne dat de wiere echtgenoat bûtensletten is wylst syn twillingbroer yn 'e hûs sit te iten liket in protte op in sêne út in oar stik fan Plautus, nammentlik "Amphitruo". Yn dat stik wurdt ek in echtgenoat út syn eigen hûs keard wylst Jupiter syn liiflike foarm oannommen hat en binnendoar is. De toan fan 'e komeedzje liket op 'e toan fan Italiaanske komeedzjes út dy tiid.

*It sintrale tema: frij of bân te wêzen.*

Shakespeare is derom ferneamd dat er ek gauris wat komeedzje yn syn trageedzje docht en oarsom. By dit stik is dat allyksa. Der rint in tsjustere ûndertoan troch de komeedzje. Yn it begjin wurdt de heit fan 'e twillingen, Ægeon, ta de dea feroardiele troch de hartoch fan 'e stêd. De eksekúsje sil oan 'e ein fan 'e dei plakfine. It stik iepenet mei de jammerklachten fan Ægeon. Yn 'e figuer fan Adriana, de frou fan Antipholus fan Efeze, komt de posysje fan 'e frou op it aljemint. Hja moat har skikke ûnder de man en dat is lang net altyd maklik. Boppedat hat Antipholus ek noch wol wat fertier bûtenhûs, en fansels docht dat Adriana sear. Fierders krije de twillingen bytiden ek bêst op 'e bealch fan har masters, mar faaks wie sok fysyk geweld foar Shakespeare net sa frjemd as dat it foar ús is. En net te ferjitten, de oerhoer komt op it aljemint. De helte fan 'e twillingen dy't frijfeint is (Antipholus fan Syracuse), wurdt fereale op 'e suster (Luciana) fan 'e frou (Adriana) fan 'e oare twilling (Antipholus fan Efeze). Antipholus fan Syracuse stiket fûl om Luciana en is flau en ûnferskillich foar Adriana oer. Mar om't Luciana en Adriana net fan it bestean fan twillingen witte, tinke se dus dat de man fan Adriana efter Luciana

oansit. Dêrtroch slûpt der efkes in tragysk elemint yn dizze komeed-  
zje. It is suver wreed sa't Adriana troch har oergeunst te lijen hat:

- Adriana O Luciana, stie hy sa fûl oan?  
Koest it syn eagen oansjen, wierlik wier,  
Dat hy it miende, of wie it mar fertoan?  
En like er read of bleek, beneare of blier?  
Hoe rûn en skeat syn herte' himelfjoer,  
Safier asto it seachst, syn antlit oer?
- Luciana Foarst hold er út, jo hiene op him gjin rjocht.
- Adriana Hy weeg'ret it, dêr't hy my leed mei docht.
- Luciana Doe swarde hy, hy wie hjir frjemd, oars neat.
- Adriana Dat swarde er wier, en dochs, o ynferkeard!
- Luciana Doe pleite ik fûl foar jo.
- Adriana En wat sei hy?
- Luciana Wat ik foar jo him frege, frege er my.
- Adriana As hy om jo wier stike hat, hoe gie 't?
- Luciana Yn wurden, dy't men oars faaks net fersmiet.  
Myn moaiens priizge er earst, doe myn petear.
- Adriana En do giest dêrop yn?
- Luciana Kom, gjin gebear.
- Adriana Mar stil my hâlde wol 'k net, kin ik net;  
Frij sil myn tonge ha, al brekt myn hert!
- [ IV - 2 ]

Dizze passazje giet net allinnich oer de machteleazens fan 'e skeinde leafde. Yn 'e lêste sin "Frij sil myn tonge ha" komt it tema fan 'e frijheid fan froulju op it aljemint. Luciana ferkundiget yn 'e diskusje mei har suster it idee fan absolute trou en hearrichheid oan 'e man, it tradysjonele idee:

Dier, fisken, al de frije fûgelwrâld,  
By alles fiert it manlike it bewâld;  
Want manlju, godliker, heech boppe it dier,  
As hearen oer de see en al wrâlds tier,  
Fol grut begryp en sels in siele ryk,  
Yn alles ealst, gjin fisk of fûgel lyk,  
Bin hear en master oer har frouljufolk;  
Dat, foegje jo nei har en bûch jo nolk.

[ II - I ]

Luciana hat maklik praten want dy is sels noch frijfaam. Adriana set fraachtekens by de al te grutte frijheid fan manlju, en it brek dêroan by de froulju:

Adriana Myn man jit net werom? Ek net myn slaaf,  
Dy't ik yn hasten útstjoerde om syn master?  
Wis, Luciana, al oer twaën is 't!

Luciana ...

Syn master is de tiid; hy komt en giet  
Lyk dy it wol; dat, suster, nim dit sa.

Adriana Wêrom ha hja sa'n stik mear frij as wy?

Luciana Har droktme bûtendoar draacht dêrta by.

Adriana Mar hy is likk, as ik sa tsjin him bin.

Luciana Syn wil, betink it, teammet ek jo sin.

Adriana Allinnich ezels duldzje faaks dy team.

[ II - I ]

Dy lêste rigel soe de titel fan in feministysk essay wêze kinne. De ideeën oer it houlik dy't Adriana en Luciana op it aljemint bringe geane tebek op ideeën fan Erasmus. De tragyske ûndertoan en de

tematyk fan 'e frijheid fan 'e frou jouwe it stik mear kont yn 'e broek as by in oerflakkige komeedzje it gefal wêze soe. Lykwols duorret it lijen fan Adriana net al te lang, en wurdt alles oan 'e ein wer yn it lyk brocht (sanet, dan soe it in trageedzje wêze).

Frijheid is it sintrale tema fan dizze komeedzje. It stik begjint ommers mei it finzen setten fan 'e heit fan 'e twillingen, en it einiget dermei dat dy syn frijheid kriget. Adriana bringt it brek oan frijheid foar froulju op it aljemint. De slaven fan 'e twillingen meitsje gauris grappen oer it feit dat se "bûn" binne oan har hearen. As de betizingen mei de twillingen út 'e hân rinne en betizing yn jildsaken teweibringe (betizing om in gouden keat hinne), besykje oaren de twillingen fêst te setten en dat slagget ek. Oan 'e ein wurdt de betizing opheldere, en kriget elkenien syn frijheid werom.

ERIC HOEKSTRA

MEXICO CIUDAD

juny 2003

In komeedzje  
fol fersinnen

## Persoanen

*Solinus*, Hartoch fan Efeze.

*Ægeon*, in keapman fan Syracuse.

*Antipholus fan Efeze en Antipholus fan Syracuse*,  
twiljen, soannen fan Ægeon en Æmilia.

*Dromio fan Efeze en Dromio fan Syracuse*,  
twiljen, feinten fan de beide Antipholussen.

*Baltazar*, in keapman.

*Angelo*, in goudsmid.

*In Keapman*,  
befreone mei Antipholus fan Syracuse.

*In twadde Keapman*,  
by wa't Angelo yn 'e skuld stiet.

*Knyp*, in skoalmaster.

*Æmilia*, wiif fan Ægeon, abdisse yn Efeze.

*Adriana*, wiif fan Antipholus fan Efeze.

*Luciana*, har suster.

*Lusy*, tsjinstfaam fan Adriana.

*In lichtte Juffer*.

*Sipier, Witsjers ' en Tsjinders*.

## BEDRIUW I

### TO ANIEL I

*(Seal yn it paleis fan de Hartoch. Op komme de Hartoch, Ægeon, de Sipier, Witsjers en Tsjinders.)*

Ægeon Far fuort, Solinus; doem my ta de dea;  
Want stjer ik, dan stjert mei my al myn wea.

Hartoch Keapman fan Syracuse, staak dyn pleit.  
Us wetten te ferbrekken is my tsjin;  
De hate en fijânskip, wer koarts ûntstien  
Troch jimme hartochs hurd en wreed geweld  
Tsjin ears'me keaplju fan ús froede stêd,  
Dy't, om't it jild ta lospriis har ûntbriek,  
Syn strange wet besiig'len mei har bloed,  
Bant út ús driigjende eagen 't meileed wei.  
Want, sûnt in deadlik, brekkend skeel fan âlds,  
Tusken jim wylde lânslju en ús folk,  
Wie it yn wijde gearsit steld by ús  
En by jim Syracusers ek, ferbean  
Wie alle hannel mei de fijâns stêd;  
Ja mear, as ien, yn ús stêd berne, him  
Ea weaget op in Syracuser merk,  
Of ek, as wa, yn Syracuse berne,  
Komt yn ús baai fan Efeze, dy stjert,

En yn de hartochs hân falt al syn goed,  
Of tûzen marken moat hy opbringe, as  
Syn boetejild en lospriis tagelyk;  
Mar dyn goed, op de heechste wearde skat,  
Hellet de hûndert mark net; nei de wet  
Stiet no dêrom dyn fonnis fêst: do stjerst.

Ægeon Dit is myn treast: ha jo it oardiel sein,  
Dan is ek, mei de jûn, myn ûnk fertein.

Hartoch No, Syracuser, neam yn 't koart, wat dy  
Sa dreau datsto dyn bertestêd ferlietst,  
En hoesto harren kaamst, yn Efeze.

Ægeon Nea koe my oplein wurde hurder taak  
As hjir te neamen myn ûnneamber leed;  
Mar dochts, de wrâld ta witnis, dat natoer  
En gjin min dwaan my nei myn ein fierd hat,  
Ferhelje ik jo safolle as 't leed my gunt.  
Yn Syracuse bin ik berne, en boaske  
In frouwe dêr, waans lok en wille ik wie,  
Lyk mines hja; oant lok fergie yn ûnk.  
Mei har wie 't libben heil; ús wolstân woeks  
Troch bêste reizen, dy't ik gauris die  
Nei Epidamnum, oant myn grutfeint stoar,  
En noed om gâns doe ûnbeheard besit  
My út myn frouwe' mylde omearming dreau.  
En jit gjin healjier wie ik by har wei,  
Doe't hja, dy't doedestiids mar amper mear  
De froulju' blide straffe tûgje koe,  
Al rissing makke hie om my te folgjen,  
En ringen feilich slagge dêr't ik toeve.  
Dêr wie hja mar in setsje, doe waard hja

Twa fikse soannen ta in blide mem,  
 Dy't, frjemd, sa wûnder liken op inoar,  
 Dat men har oars net koe as troch de nammen.  
 Dêr yn datselde weardshûs, op dat stuit,  
 Befoel fan twiljen jit in earm jong wiif,  
 Twa jonges, en dy ek yn alles lyk.  
 Dy kocht ik, want har âlden wien' strie-earm,  
 En brocht har grut, as feintsjes ta myn bern.  
 Myn wiif, mei har twa jonges tige wiis,  
 Stie hieltyd by my oan om wer nei hûs;  
 Unwillich joech ik ta, eilaas te gau.  
 Wÿ giene oan board en keazen see, mar wien'  
 Jit skraach ien mile út Epidamnum fearn,  
 Doe't al it oan de winen hearrich djip  
 Us neare tekens joech fan wankend ûnk,  
 En ringen hiene wy gjin hope mear;  
 It bytsje ljocht, dat ús de himel liet,  
 Betsjutte foar ús bange geast neat oars  
 As wisse wytging fan in dea op slach.  
 Mysels hie dy grif wolkom west, mar 't lûd  
 En 't skriemen fan myn wiif, oan ien stik wei,  
 In eang gekryt om wat hja seach dat kaam,  
 En 't earmtlik gûzjen fan de lytse bern,  
 Meikritend sûnder 't witten fan har need,  
 Twong my, dat ik foar har jit útstel socht.  
 Sà moast it, want der wie gjin oare wei:  
 De seelju sochten feil'gens yn it boat,  
 En lieten 't skip, al sinkens-ryp, ús oer.  
 Myn wiif, om har lêst-berne meast yn noed,  
 Hie dy al fêst makke oan in needspriet, ien

Lyk seelju wol meinimme foar in stoarm;  
 Oan him waard ien fan d' oare twiljen bûn,  
 Wylst ik deselde noed fan d' oaren stie.  
 Ree mei de bern, makken myn wiif en ik,  
 Mei d' eagen hieltyd dêr't ús soarch har loek,  
 Oan eltse mêst-ein doe ússels jit fêst;  
 En, dalik meifierd lyk de stream it woe,  
 Dreau nei Korinte, tocht ús, doe dy mêst.  
 Op 't lêst ferdreau de sinne, d' ierde sjend,  
 De wolken, dy't ús sa beneare hien',  
 En troch de seine fan syn wolkom ljocht  
 Waard stil de see; fan fierren, seagen wy  
 Twa skippen hastich silen op ús ta,  
 Dat fan Korinte, dit fan Epidaurus;  
 Mar ear't hja kamen – o, begear net mear;  
 Mar ried út dit begjin, wat ik ferlear.

Hartoch Nee, âlde man, far fuort; brek sa net ôf;  
 Ferjaan stiet ús net frij, meilijen wol.

Ægeon Hien' dat de goaden hân, dan hie 'k har nea  
 Genedeleas foar ús neamd; no ha 'k grûn!  
 Tsien mile wiene jit de skippen fier,  
 Doe, hommels, rekken wy in grut stik rots,  
 En mei sa'n wreed geweld, dat fuortendaalk  
 Us needskipke midstwa briek, en it lot  
 Yn dit ûnrjochtlik skieden fan ús boask  
 Oan elts fan beiden ien-en-'tselde liet,  
 Itselde wea en ek deselde treast.  
 Har stik, dy earme, dat wis minder wicht  
 Te tillen hie, mar grif net minder leed,  
 Waard hurder meifierd fan de wyn as wy,

En opnaam, seach ik, waarden doe hja trijen  
Fan fiskers fan Korinte, like it ús.

Einlings kaam 't oare skip doe ús ek lâns,  
En, om't hja wisten wa't hja rêden, waard  
Us, haav'nen fan de see, gol stipe bean;  
Hja hiene ek wol dy fiskers 't fûne ûntset,  
Mar al te stadich wie har bark fan seils,  
En dêrom setten hja wer koerts nei hûs.

Sa ha jo heard, hoe't fan my wiek myn heil,  
En hoe't troch ûnk ik jit yn 't libben bleau  
Om drôvich te ferheljen fan myn rampen.

Hartoch Doch my, om har dêrsto sa'n leed om hast,  
De geunst, en sis my fierders jit folslein,  
Wat dy en harren oerkaam is, oant no.

Ægeon Myn jongste soan en teffens âldste soarch  
Begûn mei achttjin jier te tantsjen nei  
Syn broer, en stie hieltiten by my oan,  
Dat him syn feint – dy stie der krekt sa foar,  
Ek syn broer wei, neat as de namme bleaun –  
Ta selskip yn it sykjen wêze mocht;  
En dreaun fan langstme nei in bern, my leaf,  
Weage ik fan ien, my like leaf, 't ferlies.  
Fiif simmers socht ik, fierst yn Grikelân,  
Dwers troch de lannen fan grut Azië sels,  
En kaam yn Efeze op myn wei werom,  
No sûnder hope, en dochs ta sykjen dreaun,  
Dêr en rûnom dêr't minsklik libben is.  
Mar hjir fynt no myn libben syn beslút,  
En lokkich wie 'k en wolkom my de dea,  
Wist ik nei al myn swalkjen mar, hja libben.

Hartoch O earme Ægeon, oanwiisd fan it lot  
 Om 't uterste te tûgjen fan wreed ûnk!  
 Wier, leau my, wie 't net stridich mei ús wet,  
 Net mei myn kroane, weardichheid en ied  
 Dy't prinsen hâlde moatte, ek tsjin har winsk,  
 Myn siele gie tsjin my foar dy yn 't pleit.  
 Mar ek al bisto no te stjerren doemd,  
 Al stiet it fonnis, sprutsen, fêst foargoed,  
 As net ús eare it slim belije sil,  
 Dochs sil myn myldens gean safier't hja mei.  
 Sjoch, keapman: dizze dei wurdt dy jit gund  
 Datst stipe foar dyn rêding sykje kinst.  
 Hifkje eltse freon yn Efeze dyst hast,  
 En smeeke of boargje byinoar dy somme,  
 En libje dan; mar oars ropt dy de dea.  
 Sipier, hâld do oer him de wacht.

Sipier Ja, hear.  
 Ægeon Gjin help, gjin hope bliuwt Ægeon by;  
 Ien dei jit, mar de dea ferwachtet hy.<sup>2</sup>

*(Allegear ôf.)*

TOANIEL 2

*(De merk. Op komme Antipholus fan Syracuse, Dromio fan Syracuse, en in keapman, befreone mei Antipholus.)*

Keapman Bear dêrom, dat jo komme út Epidamnum;  
 Oars is jins goed faaks al te gau ferbard.  
 Krekt hjoed is jit in Syracuser keapman,  
 Dy't him hjir weage hie, yn finz'nis fierd;

Ien, dy't syn losjild net betelje kin,  
En dêrom, nei de kêsten fan de stêd,  
Stjert, ear't de wurge sinne yn 't westen sinkt.  
Hjir is jins jild, dat ik bewarje soe.

Antipholus fan Syracuse

Bring it nei de Centaur, ús herberch hjir,  
En wachtsje, Dromio, dêr, oant ik dêr kom.  
Gjin oere mear, dan is 't al iterstiid;  
Salang wol ik wat rûnsjen yn de stêd,  
Bedriuw en bouwurken mei stúdzje skôgje,  
En dêrnei yn it weardshûs slûgje, in toarn,  
Want ik bin stiif en wurch fan dat geswalk.  
Fuort no mar, do.

Dromio fan Syracuse

No, oan dat wurd hold mennichien jo wis,  
En gie, sa goed by kas, dêr gau mei fuort.

(Of.)

Antipholus fan Syracuse

In bysfeint, mar betroud, hear; ien dy't faak  
As my swiersettichheid en soargen pleagje,  
Troch snoade setten my wat wille jout.  
Sei, wolle jo mei my de stêd ris troch,  
En yt dan mei my yn myn weardshûs? Goed?

Keapman

Hear, ik bin by in mennich keaplju bean,  
Dêr't, hoopje ik, ik in goede slach slaan kin;  
Untskuldigje my dus. Mar, is 't jo goed,  
Dan tref ik jo tsjin fiven op 'e merk,  
En bliuw dan by jo oant it bêdtiid is.  
No moat ik fuort, myn saken driuwe my.

Antipholus fan Syracuse

Farwol, sa lang; ik traapje dan wyls wat,

En nim, al kuierjend, de stêd goed op.  
Keapman Dan winskje ik jo mar wille mei josels. (Of.)  
Antipholus fan Syracuse

Dy't my sa wille winsket mei mysels,  
Winsket my ta wat my ûnthâlden bliuwt.  
Ik bin yn dizze wrâld in wetterdrip  
Dy't yn de wrâldsee siket om syn maat,  
En dêryn dûkend dat er dy faaks fynt,  
Fan nimmen sjoen, al sykjende ferkomt;  
Sa, om ús mem te finen en myn broer,  
Ferlies ik yn myn sykjen jit mysels.

(Op komt Dromio fan Efeze.)

Hin? Myn oprjocht, trou jierdei-almanak!  
Wat is 't? Hoe kaamsto hjir sa gau werom?

Dromio fan Efeze

Sa gau werom? Sis leaver, sa let hjir:  
De hin baarnt oan, de bich falt fan it spit,  
De klok hat mei syn bingel tolve slein;  
Doe makke ús frouwe it ien, hjir op myn wang;  
Gleon waard hja, hear, om't kâld it iten waard;  
It iten kâld, om't jo net thús kaam wien';  
Jo kamen net, om't jo gjin mage jokke;  
Dy jokke net, om't jo net fêste hien';  
Mar wy, dy't wol fan bea en fêstjen witte,  
Moatt' no om jo yn sek en jiske sitte.

Antipholus fan Syracuse

Byn yn wat, hearskip; sis my leaver earst  
Wêrsto it jild brocht hast dat ik dy joech.

Dromio fan Efeze

Wat? O, dy skelling; woansdei wie 't, net hear?

Us frouwe sturtriem, net, dêr wie 't dochts foar?  
Dy hat de sealmakker; ik wier net, hear.

Antipholus fan Syracuse

Ik ha sa'n geklik sin net, op dit pas;  
Sis my, en no planút, wêr is it jild?  
Wy bin hjir frjemd; hasto sa'n grut stik jild  
Mar earne litten, dêr net sels op past?

Dromio fan Efeze

Kom, hear, dy grappen, strui dy út oan 't miel;  
Ik kom yn tûzen hasten fan ús frouwe;  
Mar kom ik thús, jit hastiger sil hja  
Wat jo bedoarn ha, my om d' earen slaan.  
Jins mage moast as mines wêze: in klok,  
Dy't, sûnder boade, jo nei hûs ta sloech.

Antipholus fan Syracuse

Kom, Dromio, kom, gjin brike setten no;  
Hâld dy yn foarrie oant in fleur'ger dei.  
Wêr hast it goud, dy nyskes tabetroud?

Dromio fan Efeze

My, hear? Gjine kerrel goud ha jo my jûn.

Antipholus fan Syracuse

Ik sis dy, smjunt, hâld op mei dat healwiizjen,  
En sis hoesto dyn opdracht útfierd hast.

Dromio fan Efeze

Myn opdracht wie, ik moast jo fan de merk  
Thús helje, nei de Feniks,<sup>3</sup> hear, foar 't miel;  
Myn frou en dy har suster wachtsje op jo.

Antipholus fan Syracuse

Sa wier ik kristen bin, no silst my sizze:  
Wêrearne hast myn jild yn feil'gens brocht?

Oars slaan ik dy de sotte kop jit yn,  
Dy't tûlket, as my 't sin der net nei stiet;  
Wêr bin dy tûzen mark dy't ik dy joech?

Dromio fan Efeze

Marken fan jo? Dy ha 'k wol op myn kop,  
En fan de frou ek guodden op myn skouders,  
Mar tûzen, fan jim beiden sels, dat net.  
Betelle ik dy jins ealens trou werom,  
Grif hiene jo mei gauwens al jins nocht.

Antipholus fan Syracuse

Dyn frouwe' merken? Hokfoar frouwe, smjunt?

Dromio fan Efeze

Jins ealheids, hear, ús frouwe fan de Feniks,  
Dy't fêstet, oant jo thús komme foar 't iten,  
En freget, o kom hastich dochs te iten.

Antipholus fan Syracuse

Wat! Hune silst my dêr't ik by bin, slaaf,  
Nei myn ferbod? Dêr hast in poarsje, rakker!

Dromio fan Efeze

Wat skeelt jo, hear? Hâld dochs jins hannen thús!  
Net, hear? Jit mear fan soks? Dan hakken op! (Of.)

Antipholus fan Syracuse

Sa wier ik libje, mei in smoarge set  
Ha guodden grif dy fint myn jild ôfluze.  
Dit plak tilt fan bedragers op, wurdt sein,  
Fan lyn'ge gûchlers dy't jins each misliede,  
Tsjoaders yn tsjuster, machtich oer de geast,  
Heksen dy't sielen deadzje en lichems skeine,  
Lûd bearende lapsalvers, min falsk reau  
En mear sok rosmos, dat fan sûnde dijt.

As 't wier sa is, dan bin ik gau hjirwei;  
Myn slaaf earst nei, dan nei dy herberch ta;  
Myn jild, ha 'k soarch, sil faaks al fuotten ha.

*(Of.)*

## BEDRIUW II

### TOANIEL I

*(It bûs fan Antipholus fan Efeze.  
Op komme Adriana en Luciana.)*

- Adriana Myn man jit net werom? Ek net myn slaaf,  
Dy't ik yn hasten útstjoerde om syn master?  
Wis, Luciana, al oer twaën is 't!
- Luciana Faaks hat in keapman him wol bean ta 't miel,  
En yt er no by immen nei de merk.  
Kom, suster, gjin gestúm, lit ús ek ite;  
In man is master oer syn deistich dwaan;  
Syn master is de tiid; hy komt en giet  
Lyk dy it wol; dat, suster, nim dit sa.
- Adriana Wêrom ha hja sa'n stik mear frij as wy?
- Luciana Har droktme bûtendoar draacht dêrta by.
- Adriana Mar hy is lilk, as ik sa tsjin him bin.
- Luciana Syn wil, betink it, teammet ek jo sin.
- Adriana Allinnich ezels duldzje faaks dy team.
- Luciana Grut lijen straft de wylde frijheidsdream.  
Neat ûnder himels each, op hokfoar stee,  
Of't hat syn grins, op ierde, yn loft en see;  
Dier, fisken, al de frije fûgelwrâld,  
By alles fiert it manlike it bewâld;

Want manlju, godliker, heech boppe it dier,  
As hearen oer de see en al wrâlds tier,  
Fol grut begryp en sels in siele ryk,  
Yn alles ealst, gjin fisk of fûgel lyk,  
Bin hear en master oer har frouljufolk;  
Dat, foegje jo nei har en bûch jo nolk.

Adriana Sa'n slaafskens makket jo fan 't houlik fij.

Luciana Ei nee, mar 't houliksbêd is sa ûnfrij.

Adriana Mar boasken jo, jo stienen op jo rjocht.

Luciana Foar 't boaskjen learde ik folgjen, en mei nocht.

Adriana Mar stel, jo man hie dan earne oars de rin.

Luciana Oant hy weromkaam, tocht ik: 't is syn sin.

Adriana Wat skikken is net slim, fertret jin neat;  
Sêftsedichheid falt licht yn frede' steat.  
In earme siel, dy't hast fan 't lijen stjert,  
Seit men "Wês stil!" as men him kjirmjen heart;  
Mar weacht itselde lijens wicht op ús,  
Jit lûder klinkt ús kriter dan faak thús;  
Lyk as, no't dy gjin ien omkromte byleit,  
Dyn mûle yn kâlde treast te skikken my seit;  
Mar as dyn rjocht sa'n hún ea duldzje moat,  
Neamsto dat sottedwaan en banst it fuort.

Luciana Faaks trou ik wol, dat ik fernim, is 't wier?

Dêr komt jo feint; no is jo man net fier.

*(Op komt Dromio fan Efeze.)*

Adriana Soa, is dyn sleauwe master hast op hannen?

Dromio fan Efeze

Foargoed, want hy hat al twa hannen nei my útstutsen,  
lyk as myn twa earen tsûgje kinne.

Adriana Hast him te wurd west, hichte fan him krige?

Dromio fan Efeze

De hichte fan myn earen hied er tige.  
Dy dealske hân! Dy koe 'k mar min ferstean.

Luciana Prate hy sa ûnwis, datsto net fiele koest wêr't er hinne  
woe?

Dromio fan Efeze

Nee, hy sloech sa wis, dat ik fiede syn wantsjes mar al  
te goed;  
en dochs ek sa twiiv'lich, dat ik se mar min ferstean koe.

Adriana Beleaven, sis my, komt er no hast thús?

Hy hâldt syn wiif foar eagen, moat ik sizze!

Dromio fan Efeze

Och, leave frou, ús hear is hoarnsiik, wier.

Adriana Hoarnsiik, skarlún!

Dromio fan Efeze

Nee, net fan hoarnen, frouwe,<sup>4</sup>

Mar as in bolle, dûm.

Doe't ik him bea te kommen foar it miel,

Frege er my om in tûzen mark yn goud;

“Hear,” sei 'k, “t is iterstiid,”; “Myn goud,” sei hy;

“Jins flesk barnt oan,” sei ik; “Myn goud,” sei hy;

“Gean jo no mei?” sei ik; “Myn goud,” sei hy;

“Wêr hast dy tûzen mark dy't ik dy joech?”

“De bich” sei ik, “bakt oan;” “Myn goud,” sei hy;

“Us frouwe, hear,” sei ik; “Hingje op dyn frouwe!

Ik ken dyn frouwe net, fuort mei dat wiif!”

Luciana Sei wa?

Dromio fan Efeze

Myn master, frouwe;

“Ik ken,” sei hy, “gjin hûs, gjin wiif noch leafke!”

Dat no bringt net myn tonge it boadskip oer,  
Mar mear myn skouders, en dat tankje ik him,  
Want dêr, om koart te kriemen, bruide er my.

Adriana Gean do werom, do slaaf, en bring him thús.

Dromio fan Efeze

Werom, dat hy my wer nei hûs ta slacht?  
Om Gods wil, stjoer in oare boadskipper!

Adriana Daalk, slaaf, of op dyn kop slaan ik in krús!

Dromio fan Efeze

En hy dat krús wer seinje mei syn bruien?  
Ik krij sa, troch jim dwaan, in hill'ge kop!

Adriana Fuort, praatske jobbe, helje dyn hear thús!

Dromio fan Efeze

Ik bin sa rûn tsjin jo as jo tsjin my;  
Wurd ik dêrom sa as in fuotbal skopt?  
Jo traapje my hjirwei, hy aanst wer harren;  
Ik moat yn 't lear, om hjir sa fuort te farren!

(Of.)

Luciana Fij, sa't de lilkens jo op 't antlit stiet!

Adriana Syn selskip is syn ljidskes ta geniet,  
Wyls ik thús nei in glimke long'rje mei.  
Naam d' âlderdom dan no it moaie al wei  
Fan myn earm wang? Mar hy ferdoar dat meast!  
Is myn petear te sljocht, te sleau myn geast?  
Mar waard myn libben praat ferfeelsum, drôf,  
Syn mear as moarm'ren hurdens stompe it ôf;  
Troait oarlju' moaier sier him har kant út?  
Myn skuld is 't net, om't hy oer 't jild beslút.  
Wat is der yn myn steat ferfallich, min,  
Dat net syn skuld is? As ik sút'rich bin,  
It leit oan him. Ferlear myn moaiens glâns,

O, fan ien glim fan sines bett're it gân.  
 Mar hy, sa'n jachtich hart, briek troch it tried  
 En yt by oaren; ik bin eart, ûnswiet.

Luciana Fij, sa'n jaloerskens! Driuw dy sels-pleach wei!

Adriana Sottinnen sûnder hert giet soks net nei.  
 Syn eagen huldigje oaren, dat is wis;  
 Of oars, wat keart him, dat er hjir net is?  
 Jo witte, dat er my in keat ûnthiet;  
 O, dat er sok ding mar benefter liet,  
 As hy syn boask mar net brocht yn trewyn!  
 Ik sjoch wol dat juwel, ek 't ealste yn skyn,  
 Ferliest oan moais; want oft it goud ek bliuwt,  
 De setting, – oarlju' hân dy't taast en wriuw  
 Stelt eat dêrfan; en sels de rom, hoe grut,  
 Keart jamk, troch falskens en ferdjer, ta neat.  
 No't him myn skientme tsjinnich is en twer,<sup>5</sup>  
 Ferskriem ik wat my bleaun is, oant ik stjer.

Luciana Jaloerskens terget tûz'nen, altyd wer!

*(Beide ôf.)*

TOANIEL 2

*(In plein yn Efeze. Op komt Antipholus fan Syracuse.)*

Antipholus fan Syracuse

It goud dat ik oan Dromio joech, wurdt feilich  
 Bewarre yn de Centaur; myn slaaf, ha 'k heard,  
 Krúst om, fol noed, en siket om syn hear.  
 Sa goed ik rekkenje en myn weardsman wist,  
 Bestiet it net dat ik mei Dromio spriek,

Sûnt ik him fuortstjoerd ha. Dêr is er, sjoch!  
(*Op komt Dromio fan Syracuse.*)

No, maat, is no dyn biiz'gens wat bedarre?  
Tûlkje mar wer mei my, ast huf ha wolst.  
Do witst fan gjin Centaur, noch fan it goud?  
Dyn frouwe bea troch dy my foar it miel,  
En yn de Feniks wenje ik? Bisto sljocht,  
Datsto my sa'n healwiis beskie jaan doarst?

Dromio fan Syracuse

Beskie, hear? En hoenear ha 'k dan soks sein?

Antipholus fan Syracuse

Hjir, en niis krekt, jit gjin healoere lyn.

Dromio fan Syracuse

'k Ha jo net sjoen, sûnt jo my fuortstjoerd ha  
Nei de Centaur, hear, mei dat goud fan jins.

Antipholus fan Syracuse

Skarlún! En do ûntstriedst, ik joech dy 't goud,  
En eamelste oer in frouwe en oer in miel,  
En dat my dat min noaske, hast wol field.

Dromio fan Syracuse

Dat jo sa'n fleurich sin ha, stiet my oan;  
Ei sis my, hear, wat hat dat tûlkjen yn?

Antipholus fan Syracuse

Wat! Iepen gniist my út en dochst my hún?  
Ik tûlkje, tinkst? Dêr hast wat, dêr, en dêr.

(*Hy bruit bim.*)

Dromio fan Syracuse

Om Gods wil, hear, hâld op! Jins grap wurdt earnst!  
Wat haw ik dien, dat ik sa'n bruien krij?

Antipholus fan Syracuse

Om't ik bytiden dy ta boartfeint brûk  
En mei dy kâltsje en gekheid mei dy ha,  
Misbrûksto mar frijwei myn freonlikheid  
En tinksto dat myn earnst in mienskar is.  
Lit sotte miggen dûnsje yn sinne' ljocht,  
Mar krûpe yn naden as syn strielen gean;  
Tink om myn sin, asto healwiizje wolst,  
En hâld en draach dy lyk myn antlit wiist,  
Of yn dyn poatte hammerje ik dy dat.<sup>6</sup>

Dromio fan Syracuse

In poatte neame jo dit? As jo it ramaaien mar lieten, neam-  
de ik it al sa leaf in holle; mar huffe jo sa troch, dan kin ik  
better dy poatte roalje foar in skâns en dêryn weikrûpe;  
oars sil ik myn ferstân skielk sykje moatte yn myn skou-  
ders. Mar beleaven, hear, sis my, wêrom wurd ik sa slein?

Antipholus fan Syracuse

Dat soesto net witte?

Dromio fan Syracuse

Neat dêrfan, hear, oars net as dat ik slein wurd.

Antipholus fan Syracuse

Moat ik dy sizze wêrom?

Dromio fan Syracuse

Ja wis, hear, en dan ek it dêrom; want it sizzen is, elts  
wêrom hat syn dêrom.

Antipholus fan Syracuse

Wêrom? Omdatst my húnd hast; en omdatst  
Doe jitris dat bestien hast, dêrom wer.

Dromio fan Syracuse

No, dat gebrui wie dan wol slim ûntidich,

Want sokke grûnen bin mei alle reden stridich.

Wier, hear, ik tankje jo.

Antipholus fan Syracuse

My tankje, man, wêrom?

Dromio fan Syracuse

Ei hear, om't jo my sadwaande eat foar neat jûn ha.

Antipholus fan Syracuse

Dat sil ik dan de oare kear goedmeitsje, mei dy neat foar eat te jaan. Mar sis ris, hearskip, is it iterstiid?

Dromio fan Syracuse

Nee, hear, it flesk hat jit net wat ik al haw.

Antipholus fan Syracuse

Dat treft, en wat is dat?

Dromio fan Syracuse

Ribsmoar, hear.

Antipholus fan Syracuse

No, hearskip, dan is it grif droech.

Dromio fan Syracuse

O hear, as it dat is, yt der dan net fan.

Antipholus fan Syracuse

En wêrom net?

Dromio fan Syracuse

Jo mochten ris gallich wurde, en my mear fan dat smoar tapije.

Antipholus fan Syracuse

No, hearskip, do moatst leare mallichheid te meitsjen op syn tiid, lyk as der tiid is foar alles.

Dromio fan Syracuse

Foardat jo sa'n lêst fan de galle hiene, hear, hie ik jo dat faaks al ûntstride doaren.

Antipholus fan Syracuse

En op hokfoar grûn, hearskip?

Dromio fan Syracuse

Ei hear, op in like glêde grûn as de glêde keale plasse  
fan Heit Tiid sels.

Antipholus fan Syracuse

Lit hearre.

Dromio fan Syracuse

Der is gjin tiid foar dat in man syn hier werom kriget  
dêr't er fan natoere troch hinne woeksen is.

Antipholus fan Syracuse

Kin er syn rjocht net foar jild weromkeapje?

Dromio fan Syracuse

Ja, as er jild foar in prûk biedt, en sa in oar sines ta sines  
makket.

Antipholus fan Syracuse

Wêrom is de Tiid dochs sa gjirrich mei hier, wylst dat  
sa oerfloedich waakst?

Dromio fan Syracuse

Om't it in seine is dêr't er de bisten mei betinkt; en wat  
er de minsken yn hier bekronken hat, dat hat er har oan  
ferstân jûn.

Antipholus fan Syracuse

Mennich man hat oars wol safolle hier as ferstân.

Dromio fan Syracuse

Sels sokken ha wol ferstân genôch om har hier te ferliezen.

Antipholus fan Syracuse

No, dan wolst derop út dat hierrige minsken ûnbeslipe  
lju binne, sûnder ferstân dat makket.

Dromio fan Syracuse

Hoe minder beslipe, hoe gauwer it fuort is; en dochs  
giet it ferliezen mei in soarte fan doel.

Antipholus fan Syracuse

Wat is dan de reden?

Dromio fan Syracuse

Der binne twa redens, sûne.

Antipholus fan Syracuse

Sûne, dat wol my net oan.

Dromio fan Syracuse

Fêste dan.

Antipholus fan Syracuse

Fêste, wylst it ôffalt?

Dromio fan Syracuse

Beskate dan.

Antipholus fan Syracuse

Neam dy.

Dromio fan Syracuse

Foarst, sa'n ien hoecht ommers gjin jild mear te jaan  
foar permanintsjen; en oard, by it iten falle der ek gjin  
hierren mear yn syn sop.

Antipholus fan Syracuse

Mar do hiest de hieltyd bewize wollen, dat der gjin tiid  
wie foar alles.

Dromio fan Syracuse

Dat ha 'k ommers dien, hear, want der is gjin tiid, om hier  
werom te krijen dat men troch de natoer ferlern hat.

Antipholus fan Syracuse

Mar do hast gjin geve reden jûn, wêrom't der gjin tiid is  
om it werom te krijen.

Dromio fan Syracuse

No, dan dit ta ferbettering: de Tiid is sels keal, en wol dêrom oant wrâlds ein, keale folgers hawwe.

Antipholus fan Syracuse

In keale konklúzje, lyk as ik fan tinken wol ha koe.

Mar stil! Wa wiuwt ús dêr ta?

*(Op komme Adriana en Luciana.)*

Adriana Toe mar, Antipholus, sjoch swart, sjoch fij;

In oare leafste gluorkest no leaf oan;

Ik bin net Adriana, net dyn wiif.

Der wie in tiid, doe swarsto út dysels,

Gjin wurd klonk ea dy as muzyk yn 't ear,

Gjin wêzen wie fernoeging foar dyn each,

Gjin oanreitsing ea wolkom foar dyn hân,

Gjin spiis sels ea dyn tonge ta geniet,

Dy't net fan my ta dy gie, hoe dan ek.

Mar no, myn man, o sis my, hoe is 't no,

Datsto sa fan dysels ferfrjemde bist?

Dysels, sis ik, want frjemd bisto foar my,

Dy't net fan dy te skieden, ien mei dy,

Mear bin as dyn djoer wêzens bêste helt.

O skuor dy dochs net los, net by my wei,

Want wit, myn lea, do litst allike licht

In wetterdrip falle yn in brâningsweach

En krigest dy dêr ûnterûn wer út,

Sûnder dat eat dêrby kaam of derôf,

Asto dy ea fan my wer skiede kinst.

Wat soe 't dy yn it libben taaste, djip,

Asto fernaamst, ik libbe wyld en los,

En dat dit lichem, oan dyn leafde wijd,

Fan min en skandlik noft besmodze wie!  
Soesto my dan net traapje, net ferspije,  
Soest my net strymje mei myn namme as wiif,  
Net skeine it foarhaad, al fan sûnde skeind,  
Net fan myn finger fylje d' eale ring  
En dy tebrekke mei de skiedingsflok?  
Dat kinst, ik wit it; dêrom, doch dat no;  
De smet fan houliksskeinster teek'net my,  
Fan skandedieden oantaast is myn bloed;  
Want as wy ien binne en do spilest falsk,  
Krûpt dyn fenynek fierder troch myn flesk  
En wurd ik ta in slier troch dyn ferdjer.  
Ferdriuw wat slim ús houliksbêd beneare;  
Dan bliuw ik ûnbesmet, do ûnûnteare.

Antipholus fan Syracuse

Doelt dat op my faaks, keine? Ik ken jo net,  
Twa oere mar ha 'k west yn dizze stêd,  
En frjemd, as Efeze ek, is my jins praat,  
Dêr't ik, hoe skerp ik hotsje mei myn sin,  
Mei myn begryp gjin wurd fan fetsje kin.

Luciana Fij, sweager! Draait de wrâld foar jo sa hurd?  
Ha jo jit ea sa tsjin myn suster west?  
Hja bea jo ta it miel, troch Dromio.

Antipholus fan Syracuse

Troch Dromio?

Dromio fan Syracuse

Troch my?

Adriana Troch dy, en doe brochtst ús fan him dit nijs,  
Dat hy dy ôftoud hie, en yn syn bruien  
My noch myn hûs mear sines neame woe.

Antipholus fan Syracuse

Wat, hearskip, hasto mei dy frouwe praat?

Wat hat dy dêrta dreau? Wat hast bekûpe?

Dromio fan Syracuse

Ik, hear? En ik ha har nea earder sjoen!

Antipholus fan Syracuse

Dat liichsto, smjunt; datselde boadskip hast

My niis jit oerbrocht ommers, op 'e merk.

Dromio fan Syracuse

Myn hiele libben net wie 'k har te wurd.

Antipholus fan Syracuse

Hoe koe hja ús dan neame lyk wy hjitte,

Of 't moast har ynjûn wêze fan omheech?

Adriana Wat foeget it jins weardichheid dochs min

En spylje sa'n falsk stik hjir mei jins slaaf,

Dat dy my fûlder jit faksearje doar!

Ferlitsto my ûnrjochtlik, krinkst my sa,

Doch my net hunend ûnrjocht dêrop ta!

Sjoch, oan dyn mouwe hechtsje ik, hâld ik dy;

Dy bin ik wynrank, yp'renbeam do my.

Myn swakkens, oan dyn sterker stam ferbûn,

Hat, ien mei dy, eat fan dyn sterkens wûn;

As eat dy fan my ôfhâldt, ûnrant is 't,

Strûk, hage, nearzich moas, dat myn rjocht mist,

Dat, mei't der net goed snoeid is, fierder kringt,

Dy oantaast, en temûk dyn soppen drinkt.

Antipholus fan Syracuse

Tsjin my praat hja, ik bin 't dy't hja beswart;

Boaske ik har dan yn dream, dat dit sa moat?

Of sliep ik, dat ik tink dat ik dit hear?

Wat mei my sa ferbjusterje each en ear?  
Salang't myn geast dit riedling net ferstiet,  
Nim ik foar wierheid oan wat skyn my biedt.

Luciana Dromio, hjit it folk, hja helje it iten.

Dromio fan Syracuse

Myn kralen, foar in krúske! Frjemd, ûnwiten!  
Ik, earne sûnder, hjir fan feeën band!  
Praat elf, geast, eardske<sup>7</sup> hjir? No dan, dit spant!  
As wy har sin net dogge, sûge hja  
Us siken wei, en knipe skriklik ta!

Luciana Wat stietsto dêr en eam'lest? In moai fak!

Dromio, dreamer, slûgert, sûle, slak!

Dromio fan Syracuse

Ik bin grif omkeard, hear, is dat net sa?

Antipholus fan Syracuse

Dan yn dyn geast, en dat ik ek, wol 'k ha.

Dromio fan Syracuse

Fan geast net inkeld, master, ek fan stal.

Antipholus fan Syracuse

Dat hast dochs jit?

Dromio fan Syracuse

Ik hear by 't apetal.

Luciana In ezel bisto wurden, as soks kin.

Dromio fan Syracuse

Ja wier, hja rydt my, en oan gers ha 'k sin.  
In ezel wis; hoe bin 'k oars sa fan 't set,  
Dat hja my sa goed ken, en ik har net?

Adriana No kom; sa sot wol ik net langer wêze,

Dat ik my mar yn 'e eagen wriuw en skriem,  
Wylst hear en feint begekje myn fertriet.

Kom, hear, oan 't miel. Do, Dromio, by de doar.  
Hjoed yt ik boppe mei jo, myn hear man,  
En bychtsje jo my dêr faaks tûzen setten.  
Feint, as der wa ek nei dyn hear fernimt,  
Sis, by in oar yt hy; lit nimmen yn.  
Kom, suster; Dromio, portierje goed.

Antipholus fan Syracuse

Hel, ierde, himel, sei, wêr toevje ik hjoed?  
Sliepend of wekker? Sûn fan geast of sot?  
Bekend by har; mysels sa frjemd as wat!  
Mar beare wol 'k as hja; ik jou 't net oer;  
Yn tsjokste mist jit ree ta aventoer!

Dromio fan Syracuse

Master, moat ik op post stean dan, in set?

Adriana Wis; nimmen yn, dat dy de kop net smert!

Luciana Kom, kom, Antipholus; wy bin hjoed let.

*(Allegearre ôf.)*

### BEDRIUW III

#### TO ANIEL I

*(Foar it hûs fan Antipholus fan Efeze.<sup>8</sup> Op komme Antipholus fan Efeze, Dromio fan Efeze, Angelo en Baltazar.)*

Antipholus fan Efeze

Freon Angelo, bring dit foar my yn 't lyk;  
Myn wiif is fits as my de tiid ûntkomt;  
Sis dat ik yn jins wurkpleats wachte ha  
En sjoen, hoe't dêr har halskeat makke waard,  
En dat jo 't har oan hûs besoargje, moarn.  
Mar hjir: dy smjunt, hear, hâldt mar út, perfoarst,  
Ik ha him moete en ôfbruid op 'e merk,  
Dêr't ik him ferge op tûzen mark yn goud  
En wiif en hûs planút ferleag'ne ha.  
Do sûplap, sis, wat hiesto dêrmei foar?

Dromio fan Efeze

Sis wat jo wolle, hear, mar ik wit wat ik wit;  
Jo ha my doe dêr bruid, it bewiis fan jins hân ha 'k jit;  
Hie myn hûd parkemint west, jins wantsjes fan inket,  
Jo sels moasten sizze: ik sjoch en ik tink it.

Antipholus fan Efeze

Ik tink, in ezel bisto.

Dromio fan Efeze

No, dat hat net bot skyn;  
Wat ha 'k ferneare moatten, sa touden jo deryn!  
In ezel hie weromskopt; en stien' de saken sa,  
Jo bleauwen fan my ôf, en lins soe 't ezel ha.

Antipholus fan Efeze

Hear Baltazar, mistreastich? Dan hoopje ik, sil dit miel  
As blyk fan freonskip, jo fertolkje hoe't ik fiel.

Baltazar De spizen tel ik lyts, hear, jins fielen in juwiel.

Antipholus fan Efeze

Mar flesk of fisk, hear, hâldt jin net foar 't lapke,  
En skûtels wolkom helje net by ien swiet hapke.

Baltazar Hear, iten is net djoer; dat biedt in nepert ek.

Antipholus fan Efeze

Mar dan in wurd, wat loft; dat hat wis nimmen brek.

Baltazar Lytse omslach, mar goed wolkom, dan is 't jin wol nei 't  
sin.

Antipholus fan Efeze

Te deun, hear, as 't net mear foar freonen lije kin.  
Mar bied ik sljochte kost, fersmyt dy dêrom net.  
Is swieter earne 't iten, grif nearne golder 't hert.  
Mar wat! De doar op slot! Hjit har, hja litte ús yn.

Dromio fan Efeze

Maai, Brechtsje, Janne, Sytske, Jeltsje, Tryn!

Dromio fan Syracuse

(*Binnen.*) Gek, olfert, jobbe, sûle, sot bestel,  
Gean dalik by dy doar wei, of jou dy stil dêr del!  
Betsjoensto ús mei fammen, en dan jit by it snies,  
Dêr't ien tefolle al is? Gean by de doar wei, ies!



No, dan, mei 't sprekward, fanke! Moat de stôk der mar  
yn?<sup>9</sup>

Lusy Dan, lyk hja ek wol sizze: hoenear tinkt dy fan al?  
Dromio fan Syracuse

No, Lusy, ast sa hjitste, dy fint kaam moai te pal.

Antipholus fan Efeze

Hast heard, do pronkje? Dochst no hast de doar fan 't slot?

Lusy Moat ik jo freegje, faaks?

Dromio fan Syracuse

Hja hat fan nee sein, sot.

Dromio fan Efeze

Ja, help har, moai! Sa daalk bin wy oan bod.

Antipholus fan Efeze

Do teapert, lit my yn!

Lusy Wa dat? Wa doar sa beare?

Dromio fan Efeze

Hear, bûts mar fûl op 'e doar.

Lusy Lit dy him mar beseare.

Antipholus fan Efeze

Dat sil dy muoie, klitse, as ik de doar del hou.

Lusy Och man, it tichthûs hat foar jo wol blok en tou.

Adriana Wa tjirgje by dy doar sa wyld har, sa ûnnolk?

Dromio fan Syracuse

Wrychtich, jo stêd tilt op fan nuver blastich folk.

Antipholus fan Efeze

Wiif, bisto dêr? Lang wachtsje litsto my.

Adriana Dyn wiif, skabant? Flean op, fint, fuort mei dy!

Dromio fan Efeze

Skabant! As jo mar koene, bleau 't dêr grif net by.

Angelo Kâld wolkom, hear, gjin iten: sa woene wy 't net ha.

Baltazar Wy strieden oer it bêste, en misse beide sa.

Dromio fan Efeze  
 Dêr stean hja foar de doar, hear; ei, rop har 't wolkom ta.

Antipholus fan Efeze  
 Wy komme der sa net, wy ha hjir yn 'e wyn.

Dromio fan Efeze  
 Ja, as men sa yn 't lask is, dan lûkt it aardich fyn;  
 Mar waarm is 't miel yn 'e hûs, en jo stean yn 'e kjeld;  
 Mâl wurde moat men, hear, as ien sa 't djoerste stelt.

Antipholus fan Efeze  
 Helje my lykfolwat, dy doar wol ik iepen brekke.

Dromio fan Syracuse  
 Brek my hjir lykfolwat, en dyn skelmekop sil ik brekke.

Dromio fan Efeze  
 Ei man, guon brekke wurden, en wurden bin wyn;  
 Mar brek dy leafst fan foaren; fan eft'ren is 't net fyn.

Dromio fan Syracuse  
 Do sels moast brutsen wurde; hjirwei, do ezelkyn!

Dromio fan Efeze  
 Hâld op mei dat hjirweikjen; kom, jou ús no ús sin.

Dromio fan Syracuse  
 Ja, as in fûgel gjin fear hat, en ek de fisk gjin fin.

Antipholus fan Efeze  
 Dan brek ik yn. Helje my in ein izer hjir, gau.

Dromio fan Efeze  
 In ein sûnder fear, no master? Dan giet it slot der wol ôf;  
 En sa'n ein sûnder fear, dan ek de fisk sûnder fin;  
 Ik sil dy ploaitsje, man, as sa'n ein ús helpe kin.

Antipholus fan Efeze  
 Gau, fuort no, bring dat brekizer daalk hjir.

Baltazar Bedimje jo, o hear, dit giet te fier;  
 Sa bringe jo jins goede namme yn 't leech,  
 En d' ûnbesprutsen eare fan jins wiif  
 Behelje jo yn minne tinz'ne macht.  
 Ei hear, jo ha sa lang har tigens kend,  
 Har dimmen wiisheid, sedichheid en earnst,  
 Dat eat, jo frjemd, har hjirta driuwe moat,  
 En hja wis goede reden hat, wêrom't  
 De doar foar jo op 't slot bliuwt op dit pas.  
 Folgje myn rie: jou rêstich jo hjirwei,  
 Lit yn de Tiger meiinoar ús ite,  
 En gean allinne tsjin de jûn nei hûs,  
 Dat dan dit nuver dwaan jo dúdlik wurdt.  
 Mar driigje jo mei ynbrek en geweld  
 Op ljochtskyndei en by sa'n drok ferkear,  
 Dan giet soks troch de stêd as diggelfjoer,  
 Dat wat it rap en rût him dêrby tinkt,  
 Jins nea besmodze namme wis ta blaam,  
 Al fûl en stikem wrottend, yngong fynt,  
 Ja, nei jins dea jít waret oer jins grêf;  
 Want rabberije wreidet mei de tiid,  
 En dêr't hja ynkringt, wennet hja skielk swiid.

Antipholus fan Efeze

Goed dan, jo winne; ik wol yn frede gean  
 En fleurich wêze, al is de fleur my fier.  
 Ik wit in fanke, kostlik yn 't petear,  
 Geastich en leaf, wat derten, mar ek sêft;  
 By har gean wy te iten. Dat leaf bern  
 Hat faak myn wiif, mar sûnder hokfoar grûn,  
 Yn oergeunst lilke wurden my oer sein;

Dêrhinne no, foar 't miel. Gean jo nei hûs  
En helje it keat; it is no grif wol ree;  
En bring it nei de Stikelbaarch, myn freon;  
Sa hjit dat hûs. Dat keat ferearje ik dan,  
Al wie 't allinne om sa myn wiif te pleagjen,  
Us leave gastfrou dêr. Kom freon, meitsje oan!  
No't eigen doar my sa ûnskeamel tsjinne,  
Klopje ik earne oars, dêr't hja ús hoasker binne.

Angelo Ik bin dêr mei in oere, letter net.

Antipholus fan Efeze

Beleaven. – No, dat wurdt in djoere set.

(*Allegear ôf.*)

#### TO ANIEL 2

(*Itselfe.<sup>10</sup> Op komme Luciana en Antipholus fan Syracuse.*)

Luciana Kin 't wêze, dat jo neat, neat mear ferstean  
Fan in mans plicht? Antipholus, moat wier  
Yn leafde' maitiid leafde' bloei fergean,  
Sonk leafde' hûs ta púnfal al sa ier?  
As jo myn suster boasken om har goed,  
Untsjoch har lok, as 't oars net kin, mei leagen;  
Lit it net skine, al lûkt in oar jo hjoed;  
Ferbergje dat falsk sin foar har trouwe eagen,  
Dat hja sok nijs net op jins antlit lêst  
En fan dy skande nea jins tonge tsjûget;  
Sjoch myld, praat leaf; doch, ûntrou, har gjin lêst;  
Klaai sûnde kein, lyk as in hill'ge foeget.  
Ei, hâld jo eal, oft oantaast is it hert;

Wat tsjoed is, lit it froed jit lykje, alhiel;  
 Wês falsk temûk; wat stil bliuwt, wûnet net;  
 Sprekt ea in tsjeaf lûd op oer wat er stiel?  
 Twaris is 't mis te sûnd'gjen tsjin jins bêd,  
 As hja 't by 't miel ek oan jins eagen sjocht;  
 Faak bart it dat it tsjoed mei skyn him rêdt,  
 Wylst in tsjoed wurd ferswieret wat men docht.  
 Wy, earne froulju, och, dy't sa licht leauwe,  
 By leafde' praat leit iepen al de wei;  
 Mar hat in oar jim earm, lit ús jim mouwe;  
 Lyk jim dan draaie, draaie wy wol mei.  
 Dat, sweager leaf, gean yn 'e hûs, toe, doch 't;  
 Treastgje myn suster, neam har wer leaf wiif;  
 Sa wurdt in lytse ûnwierheid hillich nocht,  
 En wykt sa skeel foar skyn, 't is ryk geriif.

#### Antiphilus fan Syracuse

Ynleave frouwe, frjemd is my jins namme,  
 En hoe't jo mines witte, fetsje ik net;  
 Mar nea hat skientme sa hjir wiisheid amme,  
 Oft oer ús ierde hearske himels wet.  
 Lear tinken my en reedzjen, eale en djoere;  
 Ferklearje jo myn tinzen, fêst oan d' ierd',  
 Earm, swak en breklik jit, betiisd eltse oere,  
 De grûn fan wierheid yn jins faaie ried.  
 Hoe troaie jo, tsjin 't witten fan myn siele,  
 Te doarmjen my yn fjilden, frjemd oant no?  
 Fernijt my sa jins godheid? Moat ik fiele,  
 Ik waard in oar, foar altyd bûn oan jo?  
 Mar as ik ik bin, dan wit ik wol wis,  
 Jins suster, dy't sa skriemde, boaske ik nea;

Gjin trou oan har, dy't ea my oplein is;  
Gâns earder, ealste, winskje ik jo ta lea.  
Sjong, leave mearmin, my de sang net foar  
Dy't yn dyn susters triennese my fiert;  
Sjong foar dysels, o faam; dan nea in oar;  
Spried do dyn gouden hier oer 't sulv'ren wiet,  
Dat it, swiet noegjend, my yn d' eagen blinkt,  
In hearlik bêd, my dêr ta heil ornearre;  
Ryk sil my lykje dy't dêryn fersinkt;  
Is Leafde licht en sinkt hja, lit har stjerre!

Luciana Nuver bin jo, dit is gjin praat allyk.

Antipholus fan Syracuse

Net nuver, wol fernúv're; oars, net bryk.

Luciana 't Is wis sa, dat jins each him frjemd fersjocht.

Antipholus fan Syracuse

Jins strieling is 't, o sinne, dy't dat docht.

Luciana Sjoch wêr't soks foech jout, en jo skôgje klear.

Antipholus fan Syracuse

Och leave, dat wie my as nacht sa near.

Luciana Leave? Hâld dat wurd foar myn suster ree.

Antipholus fan Syracuse

Dyn susters suster.

Luciana Dus myn suster.

Antipholus fan Syracuse

Nee;

Dat bisto sels, myn wêzens ealder helt,  
Myn eachs klear each, wat myn djoer hert djoerst telt,  
Myn fied, myn lok, myn hope' heil en nocht,  
Myn ierde' himel en myn himels rjocht.

Luciana Myn suster is dat, moast dat wêze alteast.



jo hynder; en hja woe my ek alhiel as in bist ha; net dat hja my ha woe om't ik in bist bin, mar om't hja, sa'n bist fan in skepsel, op my oanspraak makke.

Antipholus fan Syracuse

Hokfoar soarte fan skepsel is hja dan?

Dromio fan Syracuse

In soarte dêr't men earbied foar ha moat, sa'n ien dêr't gjin man fan prate kin, of hy moat derby sizze "mei alle earbied, hear". It is mar in meagere partij foar my, mar likegoed betrou ik in ûnbidigen protte fet.

Antipholus fan Syracuse

In protte fet betrouwe, wat mienst dêrmei?

Dromio fan Syracuse

Ei hear, hja is de kokenfaam, ien en allegear fet, en ik wit wier net wat ik oars mei har begjinne kin as dat ik in lampe fan har meitsje, en by har eigen ljocht by har weirin. Ik doar wedzje, har soadsje klean mei al dat fet dêryn, baarnt wol in Poalske winter troch; as hja libjen bliuwt oan de Oardielsdei ta, baarnt hja grif in wike langer as de hiele wrâld.

Antipholus fan Syracuse

Hokfoar wêzen hat hja?

Dromio fan Syracuse

Sa swart as myn skuon, hear, mar har troanje is op gjin stikken nei sa skjin, want switte dat hja docht, hear, de smoargens gie jin oer de skuon as men dêr troch hinne wâde.

Antipholus fan Syracuse

Dat brek soe men mei wetter wol ferhelpe kinne.

Dromio fan Syracuse

Nee, hear, it is deryn lutsen; sels Noachs floed soe it der net ôf spiele.

Antipholus fan Syracuse

Hoe hjit hja?

Dromio fan Syracuse

Jel, hear, mar har namme en trije fearn dêrby, ik bedoel in jellen en trije fearn, kin men har fan heup ta heup net mei mjitte.

Antipholus fan Syracuse

Dat hja is de brede kant neist?

Dromio fan Syracuse

Hear, hja is net langer fan holle ta foet as breed fan heup ta heup; hja is krekt sa rûn as in ierdbal; ik koe bêst lannen op har oanwize.<sup>11</sup>

Antipholus fan Syracuse

Op wat diel fan har lichem leit Ierlân?

Dromio fan Syracuse

No, hear, op har efterein; dat wie my wol dúdlik oan de feanen.

Antipholus fan Syracuse

Wêr Skotlân?

Dromio fan Syracuse

Dat fûn ik samar oan de kealens: krekt yn de holte fan har hân.

Antipholus fan Syracuse

Wêr Frankryk?

Dromio fan Syracuse

Op har foarholle, om't dy ôffoel fan syn haad en dat yn it hier siet.

Antipholus fan Syracuse

Wêr Ingelân?

Dromio fan Syracuse

Om de krytrotsen haw ik al socht, mar witens koe ik  
nearne fine; mar ik tink sa, it lei yn har kin, oan de sâlte  
fochte dêrtusken en Frankryk.

Antipholus fan Syracuse

Wêr Spanje?

Dromio fan Syracuse

Wier, dat haw ik net sjoen, mar ik rûkte it al, yn har azem.

Antipholus fan Syracuse

Wêr Amearika, en de Ynjes?

Dromio fan Syracuse

O hear, op har noas, dy't hielendal fergnist is mei robi-  
nen, karbonkels en saffieren, en dy't dy hiele rike útstal-  
ling de hite azem fan Spanje yn 'e mjitte stjoert, dat al  
floaten fan frachtskippen ûnderweis hat om lading by  
de noas yn te nimmen.

Antipholus fan Syracuse

Wêr leine België, en de Nederlannen?

Dromio fan Syracuse

O hear, sa leech haw ik net sjoen. Om te besluten, dat  
âld toffelgat, dy kaartlister, makke oanspraak op my,  
neamde my fan Dromio, swarde ik wie mei har trouw,  
en sei my hokker  
húsmarken ik op myn lichem hie, lyk as it maal op myn  
skouder, it deadsplakje op myn nekke, de grutte wart  
op myn lofterearm, dat ik wie feralterearre en ûntflechte  
har as in hekse, –  
En hie myn hert net sterk west yn leauwen en myn

boarst net fan stiel,  
Omtsjoend ta in spithûn hie hja my, hear, en spitdraai-  
en wie myn diel.<sup>12</sup>

Antipholus fan Syracuse

Op slach hjirwei en nei de haven ta,  
En waait de wyn nei see ta, hoe dan ek,  
Gjin nacht bliuw ik dan mear yn dizze stêd.  
As der in skip fart, sis 't my op 'e merk;  
Dêr wachtsje ik kuijend dyn kommen ôf;  
As eltsenien ús ken en wy net ien,  
Hurd tûgje en pakke dan, en daalk leafst gien!

Dromio fan Syracuse

No, hurder rint gjin minske foar in bear  
As ik foar dat mâl wiif har wyld begear!

(*Of.*)

Antipholus fan Syracuse

It tilt hjir hast fan tsjoenders, liket it,  
En dêrom wol ik fuort; it is heech tiid.  
Dat minske dat my man neamt, slim is 't, lyk  
Ik fan har wearzgje as wiif; mar o har suster,  
Sa ryk oan eale en sêfte minlikheid,  
Waans wêzen en petear my hast betsjont,  
Koe my wol ûntrou meitsje oan mysels;  
Mar dat myn hert gjin faaie wegen giet,  
Slút ik myn ear foar har sirene-liet.

(*Op komt Angelo.*)

Angelo Sei, hear Antipholus –

Antipholus fan Syracuse

Sa hjit ik, wis.

Angelo Ja hear, dat wit ik skoan. Hjir is it keat;  
Oars hie 'k jo yn de Stikelbaarch al met,

Mar doe wie 't jit net klear; dat hold my op.

Antipholus fan Syracuse

Wat woene jo dat ik mei dat keat die?

Angelo Wat jo bêst haget, hear; foar jo is 't makke.

Antipholus fan Syracuse

Makke foar my? Ik haw it nea besteld.

Angelo Net ienris, twaris, mar wol tweintichris.

Ferbliidzje dêr jins frou no earst mei, thús;

En mei it jimmet<sup>13</sup> kom ik by jim del,

Dat ik myn jild foar 't keat dan barre kin.

Antipholus fan Syracuse

Beleaven, hear, bar no it jild dêrfoar;

Oars sjogge jo faaks jild noch keat ea wer.

Angelo No, hear, jo binne in bysfeint; mar farwol.

(Of.)

Antipholus fan Syracuse

Wat moat ik hjirfan tinke? In frjemd sa gol?

Mar nimmen, tinkt my, stiet himsels sa tsjin,

Dat hy sa'n kostlik keatling weeg'rje kin.

Hjir hoecht net ien ûnearlik te bestean,

Sels gouden keatten wurde gol jin bean;

Mar no earst nei de merk, nei Dromio;

As ien skip útfart, dan ferreizgje ik no.

(Of.)

## BEDRIUW IV

### TOANIEL I

*(In plein. Op komme de twadde Keapman, Angelo en in Witsjer.)*

Twadde Keapman

Net wier, mei Pinkster moast ik 't jild al ha,  
Mar moanne ha 'k jo suver net dêrom;  
No hie 'k dat ek net, mar ik moast op reis  
Nei Perzië, dat ik wie no skiven brek;  
Foldoch dêrom dy skuld mar op dit pas;  
Oars set ik jo troch dizze witsjer fêst.

Angelo Krekt dat stik jild dat ik jo skuldich bin,  
Moat ik ek barre fan Antipholus;  
Want ear't ik jo niis moete, krige hy  
Fan my in gouden keat, en om fiif oere  
Bar ik deselde som fan him dêrfoar.  
Kom, kuijerje no mei my nei myn hûs,  
Dat ik dêr, tankjend, jo dy skuld foldoch.

*(Op komme Antipholus fan Efeze en Dromio fan Efeze, by de Lichte Juffer wei.)*

Witsjer Dat hoecht net ienris; sjoch, dêr komt er oan.

Antipholus fan Efeze

Wylst ik my nei de goudsmid jou, gean do

En keapje in fiks ein tou, dêr't ik myn wiif  
En har min selskip op traktearje kin,  
Om't hja by ljochtskyndeï my bûtenslút.  
Mar sjoch, dêr is de goudsmid; jou dy ôf,  
Keapje it ein tou en bring it by my thús.

Dromio fan Efeze

In tou, ja bêst; 't is tûzen pûn yn 't jier!<sup>14</sup>

(Of.)

Antipholus fan Efeze

Ien dy't op jo bout, hear, komt ek te pal!  
Jins kommen hie 'k ûnthjitten en jins keat,  
Mar keat noch goudsmid ha ik neat fan sjoen.  
Us freonskip duorre jo lichtwol te lang,  
As ús sa'n keat ferknotte; wie 't dêrom?

Angelo No sûnder grapkes, hear; hjir stiet beskreaun  
Hoe swier, ta in karaat, it keatling wie,  
Hoe fyn it goud wie, en hoe prizich 't wurk;  
In trijetal dukaten heger is 't  
As wat ik oan dy hear hjir skuldich bin.  
Beleaven, jou him sines no op slach,  
Want hy moat oer de see, en dat driuwt slim.

Antipholus fan Efeze

Ik ha sa folle jild net by my, no,  
En dan, ik haw ek saken yn 'e stêd.  
Mar, freon, bring dizze frjemdling nei myn hûs,  
En nim it keat mei jo, en freegje it jild  
Myn wiif dan, meidat jo it keat har jouwe:  
Faaks bin ik dêr sa gau jit wol as jo.

Angelo Dan bringe jo har 't keat ek sels wol, hear?

Antipholus fan Efeze

Nee, dogge jo 't, want ik kom faaks te let.

Angelo Goed, hear, dat kin. Jo hawwe it keat no by jo?

Antipholus fan Efeze

As ik it net ha, hear, ha jo 't, hoopje ik;

Oars reitsje jo grif sûnder jild nei hûs.

Angelo Ei kom, beleaven, hear, jou 't keat my no;

Om wyn en tij moat dizze hear hurd fuort,

En ik hâld him te lang op, dat my muoit.

Antipholus fan Efeze

Ferdeald! Moat mei dy gekheid goedpraat wurde,

Dat jo weibleauwen yn de Stikelbaarch?

Oer dat fersom koe 'k fuort al kibbe ha,

Mar, as in fêkke, fûterje jo foarst.

Twadde Keapman

De tiid eint oan; kom, hear, betelje my.

Angelo Jo hearre hoe't hy oanstiet; hjir dat keat!

Antipholus fan Efeze

Wel, jou 't myn wiif, en bar it jild dan yn.

Angelo Kom, kom, jo witte, ik ha it jo krekt jûn.

Dat, stjoer it keat, of oars bewiis, troch my.

Antipholus fan Efeze

Wat! Hat dy núv're grap jit altyd azem?

Wêr is dat keat dan, sei? Lit it my sjen!

Twadde Keapman

Dy geastichheden ha 'k gjin tiid mear foar.

Sis, hear, oft jo betelje wolle of net;

Sa net, dan riedt dy tsjinder no mei him.

Antipholus fan Efeze

Betelje, wat? Wêr soe ik dan foar stean?

Angelo Foar 't jild dat ik te barren ha foar 't keat.  
 Antipholus fan Efeze  
     Ear't ik it keat net haw, haw ik gjin skuld.  
 Angelo Jo witte, ik ha 't jo jûn nêst in healoere.  
 Antipholus fan Efeze  
     Neat ha jo jûn; ik nim sok sizzen nei.  
 Angelo Ik neier, as jo 't my ûntstride, hear;  
     Betink, hoe't it sa komt mei myn kredyt.  
 Twadde Keapman  
     Goed, tsjinder, nim him finzen; ik klei oan.  
 Witsjer Dat doch ik; yn de hartochs namme, hear,  
     Gjin tsjinwar.  
 Angelo                      Wat! Sa yn myn eare taast!  
     Betelje him no daalk dy som foar my,  
     En oars jou ik de witsjer lêst tsjin jo.  
 Antipholus fan Efeze  
     Betelje foar wat ik nea krige haw!  
     Bêst, koalle, nim my finzen, asto doarst.  
 Angelo Hjir is dyn lean; no, witsjer, set him fêst.  
     Myn broer soe ik net sparje yn sa'n gefal,  
     As hy yn 't iepenbier sa'n hún my die.  
 Witsjer Jo ha de klacht heard, hear; ik nim jo finzen.  
 Antipholus fan Efeze  
     Ik sil berêste oant ik de boarchtocht haw.  
     Mar, hearskip, djoer komt jo dy grap te stean;  
     Djoerder as al it goudguod yn jo saak!  
 Angelo Hear, hear, rjocht sil ik ha yn Efeze,  
     En wis bin ik, jo komme hjir smoarch wei.  
     *(Op komt Dromio fan Syracuse, fan de baai.)*

Dromio fan Syracuse

Master, der is in skip fan Epidamnum,  
Dat wachtet oant syn eig'ner komt oan board,  
En dan ek dalik fuort fart. Al ús fracht  
Haw ik yn 't skip brocht, hear, en koft ha 'k ek  
De balsem, mei de brandewyn en d' oalje.  
Túgd en reisfeardich is it skip; fan 't lân  
Blaast bliid de wyn; op neat is 't wachtsjen mear  
As op syn eig'ner, master, en op jo.

Antipholus fan Efeze

Wat no, bist gek? Do sleau grut skiep, wat skip  
Ut Epidamnum soe hjir wachtsje op my?

Dromio fan Syracuse

Dêr't jo my hinne stjoerden, om in plak.

Antipholus fan Efeze

Do dronken slaaf, ik ha dy stjoerd om tou,  
En sei dy, mei wat doel en ta wat ein.

Dromio fan Syracuse

Om d' ein, hear, fan it tou, dat komt wol út,  
Want dêr lei 't skip oan yn de haven, hear.

Antipholus fan Efeze

Dêr praat ik letter wol ris mei dy oer  
En lear dy dan wol better harkjen, smjunt.  
Nei Adriana no, op stel en sprong;  
Jou dizze kaai har, sis har, yn de kiste  
Dy't mei in Turksk tapyt oerdutsen is,  
Fynt hja in pong dukaten; dy moat hja  
My stjoere, op slach; en sis har, op 'e strjitte  
Bin 'k finzen nommen; foar myn boarchtocht is 't.  
Gau, slaaf! – Salang dan, witsjer, nei de finz'nis.

*(Twadde Keapman, Angelo, de Witsjer, en Antipholus fan Efeze ôf.)*

Dromio fan Syracuse

Nei Adriana! Mar dêr ieten wy  
Doe't my dy okke opeaske as har man;  
Sa'n omgong, nee, dy is te mânsk foar my.  
Mar kom, ik moat dêrhinne, ek tsjin myn sin;  
Want as de baas it wol, dan, feintsje, rin!

*(Of.)*

TO ANIEL 2

*(It hûs fan Antipholus fan Efeze. Op komme Adriana en Luciana.)*

Adriana O Luciana, stie hy sa fûl oan?  
Koest it syn eagen oansjen, wierlik wier,  
Dat hy it miende, of wie it mar fertoan?  
En like er read of bleek, beneare of blier?  
Hoe rûn en skeat syn herte' himelfjoer,  
Safier asto it seachst, syn antlit oer?  
Luciana Foarst hold er út, jo hiene op him gjin rjocht.  
Adriana Hy weeg' ret it, dêr't hy my leed mei docht.  
Luciana Doe swarde hy, hy wie hjir frjemd, oars neat.  
Adriana Dat swarde er wier, en dochs, o ynferkeard!  
Luciana Doe pleite ik fûl foar jo.  
Adriana En wat sei hy?  
Luciana Wat ik foar jo him frege, frege er my.  
Adriana As hy om jo wier stike hat, hoe gie 't?  
Luciana Yn wurden, dy't men oars faaks net fersmiet.

Myn moaiens priizge er earst, doe myn petear.

Adriana En do giest dêrop yn?

Luciana Kom, gjin gebear.

Adriana Mar stil my hâlde wol 'k net, kin ik net;  
Frij sil myn tonge ha, al brekt myn hert!  
Hy is mishipt, kromskonkich, wankant ek,  
Toar, lilc fan troanje, aaklik fan bestek,  
Min, sot, ûneal, ûnfreonlik, noartsk almeast,  
Fan stal in teek'ne, slimmer jit fan geast!

Luciana Mei sok in meunster is gjin minske wiis;  
As sa'n ien jin ûntgiet, is dat in griis?

Adriana Nee, mar soms ha 'k him heger as ik sis;  
O, wie er mar yn oarmans each sa min!  
Lûdst ropt it ljipke dêr't it nêst net is;  
It hert bidt, wylst de tonge flokke kin.

*(Op komt Dromio fan Syracuse.)*

Dromio fan Syracuse

Kom, gau! De kiste! It jild! Wy moatte it winne!

Luciana Hoe komst sa eff'r 'e pûst?

Dromio fan Syracuse

Ik moast hurd rinne.

Adriana Wêr is dyn master, Dromio? Alles goed?

Dromio fan Syracuse

Nee, nei de hel har foarhûs is er stjoerd.  
Dêr hat in divel, klaaid foar d' ivichheid, de siel;<sup>15</sup>  
Sa'n ien, waans herte taknoopt is mei stiel,  
In wrigge, in sjamme, ta eltse ûndie klear;  
In wolf, wat sei 'k, in fint yn buffellear;  
Sa'n skoudergeast, sa'n glûpfreon, dy't jin bestrúnt en loert  
Yn trochgong, stege en leane jin pakt mei moardsiik moed;

In bloedhûn op falsk spoar, mar wyld wint er dochts wol,  
En foar de dei fan 't oardiel sleept hy de hel al fol.

Adriana Man, sis, wat skeelt him dan?

Dromio fan Syracuse

Fan skelen wit ik neat, hy is finzen by gefal.

Adriana Wat, finzen? Op waans klachte dan?

Dromio fan Syracuse

Klachten wit ik neat fan, hy sit yn 't hûnegat,  
En in dracht fan buffellear, sawier, dy die him dat.  
Stjoer him no 't jild út dy kiste, stjoer him syn losjild,  
frouwe.

Adriana O, helje it, suster. (Luciana ôf.) Nij docht dit my al;  
Sa'n skulden dêr't ik neat fan wist? 't Is mâl.  
Sis, kin hy fêstset wêze om in akkoart?

Dromio fan Syracuse

Gjin koarde, o nee, in folle sterker ding,  
In keat, in keat! Mar hearre jo 't net slaan?

Adriana Wat, in keat slaan?

Dromio fan Syracuse

Nee, nee, in klok! Dy tiid is al hurd gien;  
Twa sloech it doe't ik fuortgie, en no slacht de klok ien.

Adriana Tebekgean soe de tiid? Dat is te gek.

Dromio fan Syracuse

As er in witsjer met, dan skrillet er grif tebek.

Adriana Krekt oft de Tiid sa'n skuld hat! Do riddenaarrest bryk.

Dromio fan Syracuse

Dochs giet er oer de kop; hy sil, mar is nea lyk.  
En ek is er in tsjeaf, as men wizen leauwe mei;  
Ommers, hy slûpt as in rôver, by nacht en oerdei.  
As Tiid sa skuld hat en stelt, en in witsjer him moetsje mei,

Dan moat tebek hy skrilje, wol in oere fier yn in dei.

*(Luciana komt wer op, mei de ponge.)*

Adriana Gean, Dromio, hjir is 't jild, bring it him gau,  
En fier dyn master dan nei hûs, op slach.  
Kom, suster. – O, dy tinzen, sêft en rou,  
Trestlik as sliep, dan wûnjend, wreed en wach!

*(Allegearre ôf.)*

TOANIEL 3

*(In plein. Op komt Antipholus fan Syracuse.)*

Antipholus fan Syracuse

Gjin man moetsje ik dy't my net groetet hjir,  
As wie ik him in âld en eigen freon.  
En by myn namme neamt my eltsenien.  
Guon biede jild my oan; guon noegje my;  
Guon bringe my foar freonetsjinsten tank;  
Guon biede bêste waren my te keap,  
En niis rôp my in skroar yn, dat ik seach  
Wat siden stof hy foar my oanret hie,  
En naam my doe de mjitte, as spriek 't fansels.  
Wier, myn ferbylding tsjoent my dreamen foar,  
Of fan Laplânske tsjoenders tilt it hjir.  
*(Op komt Dromio fan Syracuse.)*

Dromio fan Syracuse

Hear, hjir is 't goud al, dat ik helje moast. Wat, binne  
jo dat wjerbyld fan de âlde Adam yn syn nijerwetske  
dracht kwytrekke?

Antipholus fan Syracuse

Wat goud is dat? Wat Adam hast op 't each?<sup>16</sup>

Dromio fan Syracuse

Net dy Adam, dy't it Paradys, mar dy Adam dy't de finzenis bewekke; dy't omstapt yn 'e hûd fan in keal dat slachte waard foar de ferlerne soan; en dy't efter jo oansloep as in boaze ingel, hear, en jo hiet ôfskie te nimmen fan jins frijheid.

Antipholus fan Syracuse

Ik begryp dy net.

Dromio fan Syracuse

Net? It is sa'n simpel ding: dy man, dy't lyk as in basfioel yn in huolling fan lear siet; de man, hear, dy't as hearen oanein binne, harren op it skouder tikket en seit: sitte; dy't it sa begruttet om ferfallige minsken, hear, en har geriift mei eat dat duorret; en dy't der alles op sette doar, dat er mear eksploaten docht mei syn kneppel as mei in Moarske pyk.

Antipholus fan Syracuse

O, do mienst in witsjer?

Dromio fan Syracuse

Wis, hear, de strange man fan de plicht; hy dy't eltsenien geweken nimt dy't it licht nimt mei syn ferplichtings; dy't tinkt dat men altyd op bêd wol, en dan ree stiet mei syn "Swiete rêst!"

Antipholus fan Syracuse

Lit dyn mallichheid no dêr ek rêste. Giet der jûn ek in skip de haven út? Kinne wy fuort?

Dromio fan Syracuse

Ei hear, in oere lyn haw ik jo tyngje brocht dat it skip De

Feardichheid jûn útfoer; en doe hâlde dy serzjant jo op, en sa wachtsje jo no op dy krûper De Ferletting. Hjir binne de ingels<sup>17</sup> dêr't jo om stjoerden foar jins befrijing.

Antipholus fan Syracuse

Dy tsjirl is like bjuster as iksels  
En yn yllúzjes doarmje wy hjir rûn;  
O, hokfoar seine geast, fier ús hjirwei!  
(*Op komt in Lichte Juffer.*)<sup>18</sup>

Lichte Juffer

O hear Antipholus, wat treft dat skoan.  
Ik sjoch it al, jo ha de goudsmid fûn;  
Is dat it keat dat jo my hjoed ûnthieten?

Antipholus fan Syracuse

Wyk, Satan, wyk! Ferliede silst my net!

Dromio fan Syracuse

Master, is dit Juffer Satan?

Antipholus fan Syracuse

It is de duvel.

Dromio fan Syracuse

Nee, minder jit, hja is de duvel syn moer, en hjir komt hja yn it klaad fan in lichte juffer; en sa komt it dat de fammen sizze “God mei my straffe”, mar dan miene hja “lit my in lichte juffer wurde.” It stiet beskreaun, dat hja de minsken ferskine as ingels fan ljocht; ljocht is in wurking fan fjoer, en fjoer baarnt fansels; ergo, lichte fammen baarne. Kom net tichte by har.

Lichte Juffer

Jins feint en jo ha mar in skoander sin.  
Mei, hear? It jûnmiel wurdt grif ek net min.

Dromio fan Syracuse

As jo it dogge, hear, rekkenje dan op leppel-iten, en soargje foar in lange leppel.

Antipholus fan Syracuse

Hoe sa, Dromio?

Dromio fan Syracuse

No, dy't mei de duvel yt, moat ommers in lange leppel ha.

Antipholus fan Syracuse

Wyk, sis ik, duvel! Fan in jûnmiel praatst?

In tsjoenster bisto, lyk jim allegear;

Hjirwei, beswar ik dy; ferlit my, daalk!

Lichte Juffer

Jou my de ring, dy't ik jo joech by 't miel,

Of, foar myn diamant, dat tasein keat;

Dan gean ik, hear, en bin jo net ta lêst.

Dromio fan Syracuse

Guon duvels freegje jin om neilknipsels,

In reiden rinkje, in hier, in dripke bloed,

In spjelde, in kjersepit;

Mar hja, gâns habbigier, begeart in keat.

O, hoeden, master; as hja 't kriget, rammel't

De duvel ús dêr stûpen mei op 't liif!

Lichte Juffer

Beleaven, hear, myn ring, of oars it keat;

Jo wolle my dochs net te fiter ha?

Antipholus fan Syracuse

Hekse, flean op! No fuort, kom, Dromio.

Dromio fan Syracuse

“Fuort, iid'lens!” seit de pau; no, dat past ek op jo.

*(Antipholus fan Syracuse en Dromio fan Syracuse ôf.)*

Lichte Juffer

No, sûnder mis, Antipholus is gek;  
Oars soe er him sa nea misdroegen ha.  
Fjirtich dukaten wie er wurd, myn ring,  
Dêr't hy in sierlik keat my foar ûnthiet;  
En beide, mieri, weeg'ret er my no.  
Mar fan syn gekkens haw ik mear bewiis  
As dit slim stealtsje dat er bjuster is;  
Want hjoed, by 't miel, die hy in frjemd relaas  
Dat út syn eigen hûs hy weikeard wie.  
Grif hat syn wiif, dy't fan dy fleagen wist,  
De doar tichthâlden doe mei opsetsin.  
Dan wurdt myn wei: no hastich nei syn hûs,  
Dat ik syn wiif sis, dat hy, wyld en gleon,  
Myn hûs yn strûsde, en mei syn rou geweld  
Myn ring my rôve. Wis, sa moat it, gau;  
Fjirtich dukaten kwyt, dat is te grou.

*(Of.)*

TOANIEL 4

*(In strjitte. Op komme Antipholus fan Efeze en de Witsjer.)*

Antipholus fan Efeze

Ei man, wês mar net bang, ik brek net los;  
Eardat ik fuortgean, krigesto it jild  
Yn hannen, dêrsto my foar finzen naamst.  
Myn wiif is hjoed wat tipelsinnich, leau 'k,  
En hja betrou de boade faaks ek net;

Dat ik hjir finzen bin, yn Efeze,  
Sil, wik ik dy, har raar yn d' earen klinke.  
(*Op komt Dromio fan Efeze mei in ein tou.*)  
Dêr komt myn feint, en grif bringt er it jild.  
Hoe is it, hasto watsto helje soest?

Dromio fan Efeze

Ik sis jo, elts kin hjirmei sines krije.

Antipholus fan Efeze

Mar wêr is 't jild?

Dromio fan Efeze

Ei hear, it jild, dat joech ik foar it tou.

Antipholus fan Efeze

Fiif hûnderten dukaten, smjunt, dat tou?

Dromio fan Efeze

Nee, wol fiif hûndert koe ik dêrfoar krije.

Antipholus fan Efeze

Ta hokfoar ein<sup>19</sup> hie 'k dy nei hûs ta stjoerd?

Dromio fan Efeze

Om in ein tou, hear, en dat is hjir al.

Antipholus fan Efeze

Ik sil dy wolkom hjitte mei dat ein! (*Slacht him.*)

Witsjer Hear, nim it net sa slim.

Dromio fan Efeze

Sis dat tsjin my; ik krij de wyn fan foaren.

Witsjer Hâld dyn tonge yn betwang, maat.

Dromio fan Efeze

Krij him leaver safier dat er syn hannen yn betwang hâldt.

Antipholus fan Efeze

Do huorrekyn, smyght sûnder brein en sin!

Dromio fan Efeze

Hie ik mar gjin sinnen, hear, dan fielde ik jins bruien ek net.

Antipholus fan Efeze

Do harkest nei neat as klappen, krekt in ezel.

Dromio fan Efeze

Ja wierliken bin ik in ezel, dat kinne jo oan myn lange earen wol sjen. No haw ik him dochs fan de oere fan myn berte ôf tsjinne oan dit momint ta, mar oars as bruien haw ik neat mei myn tsjinjen bedijd. As ik kâld bin, hitet er my mei bruien oan; as ik hjit bin, kuollet er my ôf mei bruien; ik wurd dermei wekke as ik sliep; dermei opjage as ik sit; der de doar mei útjage as ik fan hûs gean; dermei ferwolkomme as ik thús kom; ja, ik tôgje se mei op myn skouders, as in biddelwiif har berntsje; en ik tink, as er my lam bruid hat, kin ik dermei biddelje fan de iene doar nei de oare.

Antipholus fan Efeze

Kom, gean mei, dêr komt myn wiif oan.

*(Op komme Adriana, Luciana, de Lichte Juffer, en Knyp.)*

Dromio fan Efeze

O frouwe, “respice finem”,<sup>20</sup> tink om jins ein, of better sein de profesje fan de papegaai: “Tink om it ein tou!”

Antipholus fan Efeze

Wer de mûle yn beide hannen! *(Bruit bim.)*

Lichte Juffer

Wat sizze jo no sels? Is hy net gek?

Adriana Syn tjirgjen is in klear bewiis dêrfan.

Jo binne in divelbander, dokter Knyp;

Bring him wer goed by sinnen, bêste hear,

En wat jo dêrfoar easkje, wurdt jo jûn.

Luciana O wee, wat sjocht er wyld en gleon ús oan!

Lichte Juffer

Wat trillet er yn syn oerstjoerens, slim!

Knyp Jou my jins hân, dat ik jins pols ris fiel.

Antipholus fan Efeze

Dêr is myn hân, en fiele mei 't dyn ear! (*Slacht him.*)

Knyp Ik hjit dy, Satan, dy't him keast ta went,  
Tsjoch op myn hillich bidden dêrút wei,  
En strûs mei hasten nei dyn tsjuster ryk;  
By alle hill'gen ban ik dy, hjirwei!

Antipholus fan Efeze

Swij, domme gûchler, swij, ik bin net gek!

Adriana O earme, ûntheist're siel, wiest it mar net!

Antipholus fan Efeze

Do ljidske, dat bin dus dyn mingers hjir?  
Hat faaks dy fint mei syn saffranen troanje  
Hjoed feestfierd yn myn hûs en bêst dêr skrânze,  
Wylst ik de skuld'ge doarren sletten fûn,  
En my ta 't hûs de tagong weeg're waard?

Adriana O earme man, God wit, jo ieten thús;

O wiene jo dêr sûnt mar bleaun, dat nea  
Sa'n rabberij en blaam jo reitsje koe!

Antipholus fan Efeze

Thús iten soe ik ha! Smjunt, wat seisto?

Dromio fan Efeze

Yn wierheid, hear, thús iten ha jo net.

Antipholus fan Efeze

Wie net de doar op slot, ik bûten keard?

Dromio fan Efeze

Sekuer, de doar wie ticht, jo waarden keard.

Antipholus fan Efeze

Hat hja, hjasels, my doe net slim bespot?

Dromio fan Efeze

Ja, sûnder mis, hja hat jo sels bespot.

Antipholus fan Efeze

Hat net har kokenfaam my útracht, húnd?

Dromio fan Efeze

Grif, hear, dy koken-hill'ge hat jo húnd.

Antipholus fan Efeze

Dat rûn ik doe dêr net ferwoedend wei?

Dromio fan Efeze

Foargoed, hear, en myn biente kin it tsjûgje,  
Want dat hat field hoe grut jins woede wie.

Adriana Is 't goed, him sa mei leagens del te bêdzjen?

Knyp Ferkeard is 't net; sa fynt de feint syn kwaal,  
En hâldt, meigeande, wat syn woede yn stjoer.

Antipholus fan Efeze

Do kochtst de goudsmid om en set my fêst!

Adriana Laas, foar jins frijheid stjoerde ik jo it jild,  
Mei Dromio, dy't dêr yn hast om kaam.

Dromio fan Efeze

Jild, frouwe! Leafde faaks en goede wil,  
Mar master, wier, gjin healtsje wie 't oan jild.

Antipholus fan Efeze

Hast dan net by har west om dy dukaten?

Adriana Wis kaam er dêrom, en de pong ha 'k jûn.

Luciana Ik seach it, en ik tsjûgje dat hja 't die.

Dromio fan Efeze

God en de toumakker, dy kinne tsjûgje  
dat ik foar oars neat stjoerd bin as dat tou!

Knyp Frouwe, de deale is wis yn hear en feint;  
Dat wit ik oan har blekens, har wyld sjen;  
Boeid moatte hja, en yn in tsjuster hok.<sup>21</sup>

Antipholus fan Efeze

Sis, wêrom hast my bûten sletten hjoed?  
En do, wêrom ûntstriidsto 't fan dy pong?

Adriana Och leave man, ik kearde jo net bûten.

Dromio fan Efeze

Och leave master, ik ha 't goud net hân,  
Mar ik jou ta, wy bin wol bûten heard.

Adriana Do smjunt en gûchler, twaris liichsto sa!

Antipholus fan Efeze

Do falske klitse, op alle stikken liichst;  
Do hast dy mei dat flokber stel ferbûn  
Ta wearzige en ferdoarne spot tsjin my;  
Mei dizze neils útskuorre wol 'k dyn eagen,  
Dy't nocht ha no't ik hjir foar gek stean moat!  
(*Op komme sa'n fjouwer man dy't him bine wolle; by  
ferset him.*)

Adriana O byn him, byn him, hâld him by my wei!

Knyp Mear help! De kweade yn him, o dy is sterk!

Luciana Dy earme man! Wat liket er dochs bleek!

Antipholus fan Efeze

Wat, my fermoardzje wolle jim? Bewekker,  
Dyn finz'ne bin ik; duldesto dat hja  
My dy ûntskuorre?

Witsjer

Mannen, lit him los;

- Hy is myn finzene, en wurdt jimmes net.  
 Knyp Byn dizze man, dy't ek dwylsinnich is.  
 Adriana Wat, dwerse en domme tsjinder, wolsto dwaan?  
 Sjochsto 't mei wille, at sa'n rampsillich man  
 Himsels ta grut fertriet en ûnheil wurdt?  
 Witsjer Hy is myn finzene; en lit ik him gean,  
 Dan kin syn skuld ferhelle wurde op my.  
 Adriana Ik sil dy wis betelje ear't ik gean.  
 Bring my op slach nei syn skuldeasker ta,  
 En wit ik hoe't it stiet, dan is 't ek lyk.  
 Bêste hear dokter, lit him feilich nei  
 Myn hûs ta bringe. O slim ûnsill'ge dei!  
 Antipholus fan Efeze  
 O slim ûnsill'ge klitse!  
 Dromio fan Efeze  
 Master, wy bin wol sterk ferbûn no, net?  
 Antipholus fan Efeze  
 Fuort, smjirkert! Wêrom makkesto my mâl?  
 Dromio fan Efeze  
 Oars wien' jo bûn foar neat. Wês gek, o master,  
 Raas mar "Dy divel!"  
 Luciana God mei jim earmen helpe! Wat wyld praat!  
 Adriana Draach him nei hûs ta. Suster, gean jo mei.  
*(Allegearre ôf, op Adriana, Luciana, de Witsjer en de  
 Lichte Juffer nei.)*  
 Adriana Sis, op waans klachte waard hy finzen naam?  
 Witsjer Fan Angelo, de goudsmid. Kenne jo him?  
 Adriana Ik ken him, wis. Hoefolle moat er ha?  
 Witsjer Twa hûnderttal dukaten.  
 Adriana En wêrfoar?

Witsjer 't Wie foar in keat; jo man hie 't fan him koft.

Adriana Hy hie 't foar my besteld, mar nea net krige.

Lichte Juffer

Doe't hielendal yn ûnstjoer, hjoed jins man  
Myn hûs yn strûsde en my myn ring ûntnaam,  
Dy't ik niiskrektsa oan syn finger seach,  
Moete ik him efkes letter, mei in keat.

Adriana It kin sa wêze, mar ik ha 't nea sjoen.

Bewekker, bring my wêr't dy goudsmid is;  
De hiele wierheid wol ik hjirfan witte.

*(Op komme Antipholus fan Syracuse en Dromio fan Syracuse mei bleate swurden.)*

Luciana Wês ús genedich, Hear! Hja bin wer los!

Adriana Mei neaken swurden hjir! Rop om mear help,  
Om har fannijs te binen!

Witsjer Fuort, hja deadzje ús!

*(Allegearre rinne hja, tige kjel, hurd fuort, op de twa Syracusers nei.)*

Antipholus fan Syracuse

Dy heksen, sjoch ik, bin fan swurden bang.

Dromio fan Syracuse

Dy't foar jins wiif gean woe, rûn no hurd fuort.

Antipholus fan Syracuse

Nei de Centaurus, gau ús guod dêrwei!

Ik woe, wy wiene goed en wol oan board.

Dromio fan Syracuse

Wier, hear, bliuw hjir fannacht jit; hja sille ús wis neat  
dwaan; jo seagen, hja praten freonlik mei ús en joegen  
ús goud; it liket my ta, hja binne sa'n freonlik naasje,  
dat as dy fleskberch net mei my boaskje woe, dan wie

ik der neat te wiis ta om hjir fierder te bliuwen en ek  
tsjoender te wurden.

Antipholus fan Syracuse

Foar al de stêd bleau ik fannacht hjir net;  
Dêrom hjirwei, en gau ús guod oan board!

*(Beide ôf.)*

## BEDRIUW V

### TO ANIEL I

*(In strjitte foar in Abdij. Op komme de Twadde Keapman en Angelo.)*

Angelo It muoit my, hear, dat ik jo opkeard ha;  
Mar wier is it, hy krige it keat fan my,  
Al striidt er rare ûnearlik dêrtsjiny.

Twadde Keapman

Hoe stiet de man hjir oanskreaun yn 'e stêd?

Angelo Hear, elts rint fier mei him en hat him heech,  
En syn kredyt is grinsleas; yn ús stêd  
Komt er fan oansjen by gjin boarger twad.  
Syn wurd weacht swierder as myn hiel besit.

Twadde Keapman

Wat sêfter; as ik 't goed ha, komt er dêr.

*(Op komme Antipholus fan Syracuse en Dromio fan Syracuse.)*

Angelo Sa is 't; en om syn hals datselde keat  
Dêr't er fan swarde, skandlik, hy hie 't net.  
Ei freon, gean mei my; ik wol him te wurd.  
Signor Antipholus, ik stean fersteld  
Dat jo sa'n skande en lêst my oandien ha,  
En, ek al die 't jins eigen namme skea,  
Betsjûgen, ja beswarden, jo hien' nea

Dat keat, dêr't jo no sels mei pronkje, krige;  
En ta dy klachte, skande en finzenskip,  
Ha jo myn ears'me freon hjir ûnrjocht dien,  
Dy't, hie ús skeel him hjir net opkeard, no  
Al ûnder seil west hie, de see fier yn.  
Jo krigen 't keat fan my; dat is dochs wier?

Antipholus fan Syracuse

Wis is dat wier; ik stried it ek nea tsjin.

Twadde Keapman

Wis al, hear, ja, jo ha sels sward fan net.

Antipholus fan Syracuse

Wa hat dat heard, dat ik soks swarde of sei?

Twadde Keapman

Ik, mei myn eigen earen, datsto witst.  
Fij, dogeneat! 't Is sûnde datsto libbest  
En jit mei earb're lju ferkeare kinst.

Antipholus fan Syracuse

In smjunt bisto, datst my soks nei jaan doarst.  
Myn eare en earlikheid wol ik op slach  
Tsjin dy bewize asto foar dat wurd stiest.

Twadde Keapman

Dat doch ik; foar in smjunt daagje ik dy út.  
(*Hja lûke de swurden.*)

(*Op komme Adriana, Luciana, de Lichte Juffer, en oaren.*)

Adriana Hâld op! Om Gods wil, doch him neat, hy is gek!  
Jim, taast him dalik oan; nim wei syn swurd.  
Byn Dromio ek, en bring har nei myn hûs.

Dromio fan Syracuse

Rin, hear, om Gods wil, rin! Flechtsje yn in hûs!  
In kleaster hjir? Dêryn, oars is 't ús dea!

*(Antipholus fan Syracuse en Dromio fan Syracuse flechtsje yn in kleaster. Op komt de Frouwe Abdisse.)*

Abdisse Wês rêstich, lju; wat moat dy opskuor hjir?

Adriana Myn earme ûntheist're man moat wer nei hûs.

Lit ús deryn; dan bine wy him fêst,

En bringe him foar syn genêzing thús.

Angelo Ik wist it wol, der doogde eat net mei him.

Twadde Keapman

Dan muoit it my, dat ik it swurd niis loek.

Abdisse Hoe lang hat him dy dwylsin yn 'e macht?

Adriana De hiele wike wie hy koart, swiersettich,

En lang de man net dy't hy altyd wie;

Mar fan 'e middei earst brik wat him nytge

Ut yn in woede dy't net slimmer koe.

Abdisse Hat hy mei skipbrek faaks gâns goed ferlern?

In djoere freon te hôf brocht? Hat syn loaits

Syn hert faaks ta ferbeane leafde troaid?

Dy sûnde is faak by jonge mannen sterk,

Dy't d' eagen al te frij har bod jit gunne.

Wat fan dy pleagen hie sa'n fet op him?

Adriana Gjin ien dêrfan, of 't moast de lêste wêze:

In leafke dat him faak úthuzich makke.

Abdisse Jo soene him dat ûnder 't each brocht ha.

Adriana Dat ha 'k ek dien.

Abdisse Ja, mar net strangernôch.

Adriana Sa strang, as 't om myn sedichheid mar koe.

Abdisse Faaks ûnder fjouwer eagen.

Adriana Ek wol oars.

Abdisse Net fakernôch.

Adriana Sa faak wy praten, wie 't petear dêroer;

Ik druide op bêd him 't yn, dat hy net sliepte;  
Ik lies sa op by 't miel, dat hy net iet;  
Tegearre, brocht ik gjin oar ding te praat;  
Yn selskip, doelde ik dêr oanienwei op;  
“Leech wie 't en min,” dat wie 't en oars gjin sprek.

- Abdisse Fansels, en ringen waard de man sa gek;<sup>22</sup>  
It fûl gegei fan in jaloersk dom wiif  
Taast djipper as 't fenyn fan in dûm hûn.  
Troch dyn gebear, docht bliken, sliepte er net,  
En dêrtroch waard er dûzich yn 'e holle;  
Syn miel, seisto, waard mei ferwitings krûde,  
En in ûnrêstich miel bekomt jin min;  
Dat doe begûn de koartse yn him te woedzjen,  
En wat is koartse oars as in dwylsinfleach?  
Syn wille, seist, waard fan dyn kibjen hind're,  
Mar as ûntspanning útband wurdt, wat bliuwt?  
Swartgallichheid, fol wrant'lich, near gestúm,  
Oan grime, nearz'ge wanhope besibbe,  
En folge fan in mânske, tsjust're kloft  
Fan bleke sjochten, libbens fijannen.  
Steurd wurde yn iten, wille, streks'me rêst,  
Ta dwylsin fiert dat bist en minske fêst;  
Dat dyn jaloerske fleagen ha wis meast  
Dyn man ferfrjemde fan syn rede en geast.
- Luciana As hja dêr wat fan sei, gie 't altyd myld,  
Mar hy hold him ûnskeamel, rou en wyld. –  
Wat! Swije jo, wylst hja sa hurd jo falt?
- Adriana Hja hat my oerjûn oan myn selsferwyt.  
Goelju, hjiryn, en fetsje hjir myn man!
- Abdisse Nee, net in skepsel komt yn dit wijd hûs.

Adriana Lit dan jins folk myn man nei bûten bringe.

Abdisse Dat ek net; hy hat hjir in frijplak socht,  
En foar jim hannen sil him dat beskermje,  
Oant ik him wer by sinnen krige haw,  
Of wit, al myn besykjen smyt neat op.

Adriana Ik wol myn man fersoargje en tasjen op  
Syn iten yn syn sjochte; it is myn plicht;  
Oan nimmen oars draach ik dy oer; dêrom,  
Lit my him daalk meinimme nei ús hûs.

Abdisse Bedimje jo, want hy komt hjir net wei,  
Ear't ik myn hielmiddels by him brûkt haw,  
Mei krûden, bêste sjerp en hillich bidden,  
En him wer makke haw ta reedlik man.  
Dat is in ûnderdiel fan myn ûnthjit,  
In leafdetsjinst, ús oarder tabetroud;  
Gean jo no hinne, en lit him hjir by my.

Adriana Ik wol net fuort, ik lit myn man hjir net,  
En 't foeget foar jins hillichheid mar min  
Sa skied te meitsjen tusken man en wiif.

Abdisse Stil no, en gean; mei krigesto him net.

*(Of.)*

Luciana Klei by de Hartoch oer sok húnlik dwaan.

Adriana Kom mei, dat ik him dalik fal te foet;  
En nea gean ik oerein, oant bea en triennen  
Bewurkje dat Syn Heechheid sels hjir komt,  
En mei syn macht him oan d' abdisse ûntset.

Twadde Keapman

My tinkt, de wizer stiet hast al op fiif,  
En dan komt daalk de Hartoch hjiroan ta,  
De wei lâns nei de drôf-beneare delte,  
Dat stee fan pynlik rjochtsjen en fan dea,

Oan d' oare kant dêr fan de kleastergrêft.<sup>23</sup>

Angelo Wat ropt him dêr?

Twadde Keapman

In achtber Syracuser keapman, dy't  
Us haven ynfearn is ta syn grut ûnk,  
Tsjin ús stêds kêsten en besluten yn,  
Wurdt dêrfoar dan ûntholle yn 't iepenbier.

Angelo Dêr bin hja; lit ús sjen hoe't hy fertsjocht.

Luciana Knibb'lje hjir foar de Hartoch, foar d' abdije.

*(Op komme de Hartoch, mei gefolch; Ægeon, mei de bleate bolle; de Skerprjochter, en oare Rjochtsamtners.)*

Hartoch Lit jitris dit omroppe foar eltsien:

As hokfoar freon de som foar him betellet,  
Dan stjert hy net; safolle wurdt him gund.

Adriana Rjocht, rjocht, o hege Hartoch, tsjin d' abdisse!

Hartoch Hja in hillige en heech-achtb're frouwe;

Dat hja jo ûnrjocht die, wol my net oan.

Adriana Heechheid, as 't mei, myn man Antipholus,

Dy't ik ta hear naam oer myn goed en my  
Op jins heechweardich oanstean, him hie hjoed  
In fleach fan grous'me dwylsin yn 'e macht,  
Dat hy ferwyld're troch de strjitten rûn,  
Soks mei syn slaaf, net minder dwyl as hy;  
Wylst hy it boargerfolk tenei kaam, hear,  
Rou yn har huzen briek, en dêrút naam  
Wat him mar hage oan ringen, goud, juwel.  
Ienris krige ik him bûn en hûs-ta brocht,  
Mar, wylst ik wer yn 't lyk brocht, wat, sa puond  
Fan woede, hy misdreaun hie hjir en dêr,  
Briek hy, mar hoe't it koe, ik fetsje it net,

Mei fûle krêft fan syn bewekkers los,  
En hy en syn dwylsinn'ge feint, oerstjoer,  
Ferwoeden, beide mei in neaken swurd,  
Moeten ús wer; en gleon, troch 't mâle hinne,  
Ferjagen hja ús, oant mei sterker help  
Wy wer har bine soen'. Doe flechten hja  
Hjir yn d' abdije; wy har efternei;  
Mar hja, d' abdisse, slút tsjin ús de poarte,  
En hja wol ús net tastean him te fetsjen,  
Noch him fuortstjoere foar fersoarging thús.  
Geneed'ge hartoch, o lit troch jins wurd  
Him hjir brocht wurde, en dan nei hûs ta fierd.

Hartoch Lang lyn, yn d' oarloch, tsjinne my jins man,  
En sûnt haw ik jo jûn myn prinslik wurd,  
Hy soe aloan myn geunst en stipe ha,  
As jo troch houlik jo oan him ferbûnen.  
Klopje op dy poarte hjir, in pear fan jim,  
En bied de frouwe abdisse hjir by my;  
Ik wol hjiroer beskiede, ear't ik gean.

*(Op komt in tsjinder.)*

Tsjinder O frouwe, frouwe, rêd jo, hurd, naai út!  
Us master en syn feint bin los fannijs,  
Ha al de fammen bruid, de dokter bûn,  
Ha him it burd ôfskroeid mei baarnend hout,  
En wylst it lôge, easden hja oer him  
Grutte amers jarre om sa it fjoer te dwêsten;  
Us master preket him berêsting foar,  
Wylst him de slaaf sa keal knipt as in sot;  
As jim him daalk net help beskikke, wis,  
Dan deadzje hja de divelbander jit!

- Adriana Swij, sot! Jim master en syn slaaf bin hjir,  
 En watsto ús hjir trochdochst, is ûnwier.
- Tsjinder Nee, by myn libben, frouwe, it is wier sa;  
 Sykhelle haw ik skraach, sûnt ik it seach.  
 Hy raast om jo, en swart, as hy jo kriget,  
 Dat hy jins antlit skroeie en skeine sil.  
*(Gjalp binnenyn.)*  
 Hark, hark, ik hear him, frouwe! Hurd, fylje út!
- Adriana Wee my, dat is myn man! Wês tsjûge, o hear,  
 Hy swevet rûn hjir, sûnder dat men 't sjocht;  
 Niis ha wy him d' abdije hjir yn dreaun,  
 No is hy dêr; wat minske kin dêrby?
- Hartoch Kom nêst my, eangje neat. – Helmburden foar!  
*(Op komme Antipholus fan Efeze en Dromio fan Efeze.)*
- Antipholus fan Efeze  
 Rjocht, o geneed'ge hartoch, jou my rjocht!  
 O foar de tsjinst, dy't ik jo die, lang lyn,  
 Doe 'k fjochtsjend oer jo stie, en heislik wûne  
 Jo 't libben rêde, foar it bloed, dat ik  
 Ferlear foar jo, o hear – o, jou my rjocht!
- Ægeon As eangst foar dea net bernsk my makke hat,  
 Sjoch ik Antipholus en Dromio hjir!
- Antipholus fan Efeze  
 Rjocht, eale foarst, rjocht tsjin dat minske dêr!  
 Hja, dy't fan jo my jûn waard ta myn wiif,  
 Dy't my bedragen hat en skande dien,  
 Dat gjin mislediging ea grous'mer koe!  
 Ferbylding fettet nea, hoe'n ûnrjocht hja  
 My, fan gjin skande keard, hjoed oandien hat!
- Hartoch Ferhelje hoe, en rjocht sil ik dy jaan.

Antipholus fan Efeze

Hjoed, hear, hat hja my bûten doarren keard,  
Wylst hja mei swiften feestfierde yn myn hûs.

Hartoch In slimme flater. Frou, is dat wier bard?

Adriana Nee, eale hear; myn suster, hy en ik  
Ha meinoar iten hjoed. Gods straffe oer my,  
As net, wat hy my oanwriuwt, leagen is!

Luciana Nea mei ik dei mear sjen noch sliepe nachts,  
As wat hja seit, gjin súv're wierheid is.

Angelo Falskiedich wiif! Hja swarre beide falsk;  
Hjirynt ferklaget har dy woast mei rjocht.

Antipholus fan Efeze

Myn foarst, ik wit wol tige wat ik sis;  
Gjin wurking fan de wyn ferbjust'ret my,  
Gleon bin ik net, noch wyld fan woede draun,  
Al makke sok fertriet faaks wiiz'ren sljocht.  
Dat minske sleat my hjoed by 't iten út;  
Dy goudsmid koe, wie hy net ien fan 't stel,  
It tsjûgje, want hy wie doe sels by my.  
Doe gie er, om in keat te heljen, dat  
Hy yn de Stikelbaarch my bringe soe,  
Dêr't Baltazar dy middeis mei my iet.  
Mar doe't hy, nei de mieltiid, mar net kaam,  
Socht ik him sels, en trof him op 'e strjitte,  
Mei dizze hear, dy't yn syn selskip wie.  
Doe swarde my dy falske goudsmid fûl,  
Ik hie dat keat al fan him krige, hjoed,  
Mar ik, God wit it, hie 't nea sjoen; en sa  
Liet hy my fan in witsjer finzen nimme.  
Ik moast my deljaan; mar myn feint stjoerde ik

Nei hûs om jild; hy kaam mei neat werom.  
 Doe prate ik mei de witsjer freonlik ôf,  
 Dy soe dan sels mei my nei hûs ta gean;  
 En ûnderweis, sjedêr,  
 Myn wiif, myn suster, en in trop min folk,  
 Dat mei har wie yn 't span. Hja brochten ek  
 In keardel mei, in Knyp, in meag're smjunt,  
 In roppige blieswei, in lapsalver,  
 In wiersizzer, sa'n kealfink gûchelman,  
 Holeagich, earmtlik, longerich fan sjen,  
 In libb'ne deade. Dy ferdealde smycht  
 Jout wrychtich him foar divelbander út,  
 Loert nei myn eagen, fielt myn pols, sjocht my  
 Mei syn fearns-troanjemint fûleinich oan,  
 En ropt, ik haw in divel yn. Op slach  
 Falt oer my al dat reau, bynt my, en triuwt  
 My yn in dampe, tsjust're kelder thús,  
 Dêr't hja my litte, fêstbûn mei myn feint.  
 Myn bannen stikken bitend mei myn toskan  
 Wûn ik myn frijdom wer, en daalk fleach ik  
 Hjir nei jins heechheid, dy't ik smeekje, my  
 Foldwaning, lyk wol foechsum is, te jaan  
 Foar al dy skande en slimme ûnweardichheid.

Angelo Safier wol ik foar him wol tsjûgje, hear,  
 Dat hy derút keard waard en net thús iet.

Hartoch Mar krige hy sa'n keat fan jo of net?

Angelo Dat wol, hear, en doe't hy hjirynd rûn wie,  
 Seach elts datselde keat ek om syn hals.

Twadde Keapman

Dêrby wol ik wol swarre, dat dizze earen

Jo sizzen hearden, hy hie 't al jo jûn;  
Wylst jo besward hiene op 'e merk fan net,  
En dêrom loek ik doe myn swurd tsjin jo,  
En flechten jo yn dizze abdije hjir,  
Dêr't jo grif troch in wûnder, út kaam binne.

Antipholus fan Efeze

Yn dizze abdije' muorren ha 'k nea west  
En nea loeksto ek net in swurd tsjin my,  
En nea, God helpe my, seach ik dat keat;  
Al jins betiigjen fan my, leagen is 't.

Hartoch No, wat in frjemde en tiiz'ge klachte is dit!  
Ut Circe' beker dronk leau 'k elts fan jim.<sup>24</sup>  
Wie hy hjiryn dreaun, dan hie hy hjir west;  
Wie hy wier sljocht, dan pleite er net sa klear;  
Thús iet er, sizze jim; de goudsmid hjir  
Untstriidt dat sizzen jim. – Maat, wat seisto?

Dromio fan Efeze

Hear, hy iet yn de Stikelbaarch, mei har.

Lichte Juffer

Ja wier, en hy ûntluzе my dy ring.

Antipholus fan Efeze

Ja wier, hear, ik hie wis dy ring fan har.

Hartoch Seachsto him hjir yn dizze abdije flechtsjen?

Lichte Juffer

Sa wier, hear, as ik no jins antlit sjoch.

Hartoch Frjemd, tige frjemd. Mar rop d' abdisse hjir.

*(Ien ôf, nei de Abdisse.)*

Ferbjustere is hjir elts, of oars poer mâl.

Ægeon Heechmacht'ge hartoch, gun my jit ien wurd;  
Ik sjoch leau 'k ien dy't my faaks rêde kin

En 't jild betelje wol ta myn befrijing.  
 Hartoch Sprek frij-út, Syracuser, watsto wolst.  
 Ægeon Jins namme is dochs Antipholus, net hear?  
 En dit is dochs jins tsjinstfeint Dromio?  
 Dromio fan Efeze  
 In oere lyn wie 'k jit syn tsjinstfeint, hear,  
 Mar sûnt hat hy myn bannen stikken gnaud;  
 No bin ik Dromio, mar in frij feint.  
 Ægeon My tinkt, jim kenne beide my jit wol.  
 Dromio fan Efeze  
 Troch jo, hear, ha wy kunde oan ússels;  
 Niis wiene wy jit bûn, lyk as jo no.  
 Knyp hat jo dochs ek net behann'le, hear?  
 Ægeon Bin ik jim dan sa frjemd? Betink jim dochs!  
 Antipholus fan Efeze  
 Nea ha 'k jo earder yn myn libben sjoen.  
 Ægeon Leed hat my, sûnt ús lêste kear, feroare;  
 Tiids fûle hân, yn oeren, swier fan soarch,  
 Hat op myn antlit tekens skreaun fan need;  
 Mar sis my, kensto sels myn lûd net mear?  
 Antipholus fan Efeze  
 Dat ek net.  
 Ægeon Dromio, do?  
 Dromio fan Efeze  
 Wier ek net, hear.  
 Ægeon Ik bin dochs wis fan al.  
 Dromio fan Efeze  
 Ja wis, hear, mar ik bin wis fan net, en wat immen jo no  
 ek ûntstride mei, jo binne bûn om him te leauwen.  
 Ægeon Myn lûd net kenne? O Tiids slimst wûnjend leed,

Hasto myn earne tonge spjalte en skuord  
Yn dy sân jier, dat no myn iennichst bern  
Net myn swak lûd, fan soargen heas, mear ken?  
Al wurdt no ek myn ronflich antlit wei  
Yn flokken snie fan winters toarre tiid,  
Al frieze myn bloeds pipen ta, dochts hat  
Myn libbens nacht in blink jit fan ûnthâld,  
Bliuwt yn myn dôvjend lampe-pear wat gloed',  
Bliuwt yn dizze earen jit wat hearren oer;  
En al dy âlde tsjûgen, 't mist my net,  
Hja neame dy Antipholus, myn soan.

Antipholus fan Efeze

Ik ha myn heit nea fan myn libben sjoen.

Ægeon Sân jier no lyn, yn Syracuse, bern,  
Dat witst, doe skaten wy; mar faaks, myn soan,  
Kenst my yn myn ellinde leaver net.

Antipholus fan Efeze

De hartoch, elts dy't yn de stêd my ken,  
Sil mei my tsjûgje, hear, dat is sa net;  
Nea haw ik Syracuse jitte sjoen.

Hartoch Ik sis dy, Syracuser, tweintich jier,  
Haw ik Antipholus' beskermer west;  
Nea seach er Syracuse, yn al dy tiid.  
Dyn jeld en neden meitsje dy grif bernsk.

*(No komt wer op de Abdisse, mei Antipholus fan Syracuse  
en Dromio fan Syracuse.)*

Abdisse Sjoch hjir ien, hear, tsjin wa't slim sûndige is.  
*(Hja tropje allegear gear om him te sjen.)*

Adriana Haw ik twa mannen, of fersjoch ik my?

Hartoch d' Iene is de goede Geast fan d' oare grif,

Lyk ek sa by dy feinten; mar wa is  
 Dan man by har, wa geast? Wa fynt dat út?  
 Dromio fan Syracuse  
 Ik, hear, bin Dromio; ban him mar wei.  
 Dromio fan Efeze  
 Ik, hear, bin Dromio; ik bliuw, as 't mei.  
 Antipholus fan Syracuse  
 Ægeon, bisto 't wier? Of oars syn skime?  
 Dromio fan Syracuse  
 Myn âlde master! Wa hat him sa bûn?  
 Abdisse Wa't him ek bûn, ik meitsje los syn bannen,  
 En mei syn frijdom win ik my in man.  
 Sprek, âlde Ægeon, asto wier him bist  
 Dy't ienris in Æmilia hiest ta wiif,  
 Mem fan twa fikse soannen yn ien kear, –  
 O, asto dy Ægeon bist, dan sprek,  
 En sprek dan tsjin dyselde Æmilia!  
 Hartoch Sa set syn moarntiids-skiednis better yn;  
 Dy twa Antipholussen, sa allyk,  
 Dan dy twa Dromio's, fan 'tselde stal,  
 Mei wat hja fan har skipbrek sa klear wytge:  
 Dit binne d' âlden fan de bern dus, dy't  
 It tafal hjir sa seldsum gearbrocht hat.  
 Ægeon As ik net dream, bisto Æmilia;  
 Mar sis my, ast' dat bist, wêr is dy soan  
 Dy't mei dy weidreau op dat faaie flot?  
 Abdisse Wÿ, hy en ik en d' iene Dromio  
 Bin doe fan lju út Epidamnum rêden;  
 Mar letter stielen rouwe fiskerslju,  
 Korintiërs, him en Dromio har ôf,

Mar lieten my by dy fan Epidamnum;  
Wat fierder mei har barde, wit ik net;  
My late it lot lyk as jim my no sjogge.

Hartoch Antipholus, do kaamst dus fan Korinte?

Antipholus fan Syracuse

Nee hear, ik net; ik kaam út Syracuse.

Hartoch Gean wat oan kant; want ik ferslach deryn.

Antipholus fan Efeze

Korinte kaam ik wei, geneed'ge hear.

Dromio fan Efeze

En ik mei him.

Antipholus fan Efeze

En hjir hat my doe brocht dy grutte held,  
De hartoch Menaphon, jins romrofte iem.<sup>25</sup>

Adriana Wa fan jim beiden iet dan hjoed mei my?

Antipholus fan Syracuse

Ik, leave frouwe.

Adriana En jo bin net myn man?

Antipholus fan Efeze

Nee, nee, sis ik dêrop.

Antipholus fan Syracuse

En ik fan 't selde, al neamden jo my sa;  
En dizze keine frouwe hjir, har suster,  
Hat broer my neamd. (*Tsjin Luciana.*) Mar wat ik jo  
doe sei,  
Wiermeitsje sil ik dat, fan herten jerne,  
As wat ik sjoch en hear, gjin dreambyld is.

Angelo Sjoch, hear, hjir is it keat dat ik jo joech.

Antipholus fan Syracuse

Dat koe wol, hear, ûntstride sil ik 't net.

Antipholus fan Efeze

En jo, hear, setten my dêr finzen foar.

Angelo Ja, hear, faaks al; ûntstride wol ik 't net.

Adriana Ik stjoerde as boarchtocht, hear, jo dy som jild,  
Mei Dromio; mar ik tink, hy brocht jo 't net.

Dromio fan Efeze

Nee, ik wis net.

Antipholus fan Syracuse

Mar wol krige ik fan jo dy som dukaten,  
Want Dromio, myn feint, brocht my dy al.  
Sa troffen wy aloanwer d' oar syn feint,  
Dat ik foar jo gean moast, en jo foar my;  
Sa kamen ús Fersinnen yn de wrâld.

Antipholus fan Efeze

Foar heite frijheid bied ik dy dukaten!

Hartoch Dat hoecht net; want dyn heit is wer frij man.

Lichte Juffer

Mar, hear, dy diamant moat ik al ha.

Antipholus fan Efeze

Dat kin, mei golle tank, foar jins goed miel.

Abdisse Romrofte Hartoch, gun ús d' eare en gean  
No mei ús allegearre yn dizze abdije,  
Dat jo fan wat ús oerkaam, mear fernimme;  
En wa't hjir gearkaam binne, en meilijd ha  
Troch ús ien deis fersin, hâld selskip ús,  
Dat hja ek diele yn ús befrediging.  
In fearnsieu lyn gie al myn lijen oan  
Om jim, myn soannen; oan dizze oere ta  
Wie ik fan dat grut wea jit nea ferlost.  
Jim, hege hear, myn man, myn beide bern,

En jim, kalinders fan har libbens jierren,  
Kom hjir as ta in doopfeest, o gean mei;  
Nei jierren leed riist no loks bertedei!

Hartoch Fan herten jern bin ik dan petefaar.

*(De Hartoch, de Abdisse, Ægeon, de Lichte Juffer,  
de Keapman, Angelo en de Witsjers ôf.)*

Dromio fan Syracuse

Master, moat no jins guod mar wer fan board?

Antipholus fan Efeze

Dromio, wat guod fan mines hast dêr brocht?

Dromio fan Syracuse

Jins guod yn 't weardshûs, hear, yn de Centaur.

Antipholus fan Syracuse

Hy praat tsjin my. Ik bin dyn master, Dromio;

Kom, gean mei ús; daalk riede wy dêrfoar;

Omearmje dyn broer earst; wês bliid mei him.

*(Antipholus fan Syracuse en Antipholus fan Efeze ôf.)*

Dromio fan Syracuse

Der is sa'n grouwe fotse by jim masters,

Dy't hjoed my meitsje woe ta kokenman;

Dy wurdt dus no myn suster, net myn wiif.

Dromio fan Efeze

My tinkt, do bist myn spegel, net myn broer,

En in kreas feintsje bin ik, sjoch ik sa.

Wy moatte ek by dy gearsit, net? Kom mei.

Dromio fan Syracuse

Nei dy, man, do bist âldst.

Dromio fan Efeze

Dat sit; hoe krije wy dêr wissens oer?

Dromio fan Syracuse

Ei, lotsje om wa't it âldst is; mar salang, do earst,

Dromio fan Efeze

Nee, sa: wy kamen yn de grutte wrâld tegearre,

En gean dus hân oan hân; ien earst, soe 't spul bedjerre.

*(Beide ôf.)*

# Ta ferklearring

- 1 “Witsjers” binne rjochts-amtners, by âlds tsjinders fan it Fryske gerjochtshof; likernôch dus: oansizzers, doarwarders.
- 2 Technysk is dit foarste toaniel, dat allinne ta ynliding tsjinnet, te lang; hjir sil klassyk foarbyld wol net frjemd oan wêze.
- 3) Wenhuizen hiene yn Shakespeare’s tiid nammen like goed as weards-huzen.
- 4 In man mei hoarnen, in hoarndrager, is ien waans wiif him ûntrou is; Shakespeare’s wurk tilt fan grappen op sokke manlju.
- 5 Twer: tsjinnich.
- 6 Poatte: foarholle.
- 7 Eardske: kabouters, dwerch.
- 8 Dit toaniel hat in grutte oerienkomst mei in toaniel út de “Amphitryon” fan Plautus; it stik berikt hjir in klimaks, lyk as mei de klassike opset strykt.
- 9 “Moat de stôk der mar yn?” betsjut faaks: “Sil ik der mar yn komme?” Mar men kin ek oan oare betsjuttings tinke. Lusy har andert “hoenear tinkt dy fan al?” sil sa likernôch betsjutte: as de keallen op ’t iis dûnsje.
- 10 De ferskeunst yn dit toaniel is typysk foar de jonge Shakespeare: hoe mear lyryk, hoe mear rym. De persoanen sprekke hjir sels yn kwatrinen.
- 11 De folgjende ierdrykskunde hat fansels neat mei de antike wrâld te meitsjen, mar slacht hielendal op Shakespeare syn eigen tiid. Wat der fan Frankryk sein wurdt (yn ’t Ingelsk is hjir in wurdspiling tusken *hair* “hier”, en *beir* “erfgenamt” moat slaan op in opstân fan de Liga tsjin kening Hindrik IV (de foarholle dy’t ôffalt fan syn haad en him yn it hier sit). By Spanje tinkt men fansels oan in sulverfloat.

- 12 De spithûn is in koartsturt, dy't wol brûkt waard om it spit yn 'e koken draaie te litten.
- 13 Jimmet: jûnsiten.
- 14 Undúdlik. Dromio syn útrop doelt der faaks op, dat Antipholus fan Efeze mei Adriana in bulte jild betroud hie.
- 15 De duvel is hjir de witsjer, dy't in learen wammes oanhie, en as in tige ûnsympatyk persoan dy't jin foar jins skulden arrestearret en finzen set, yn dit toaniel fierders de folle laach kriget.
- 16 Ek wat hjir folget, slacht op de witsjer.
- 17 "Ingels" binne ek gouden munten fan de wearde fan in healpûn, dus tsien Ingelske skellingen. Der stie in ôfbylding op fan Sint Michiel dy't de draak ferslacht.
- 18 De "Lichte Juffer" moat men jin fral net as in banaal tipe tinke. Hja hat in soarte fan ythûs, en soarget dat har gasten har dêr net ferfele. Hja wurdt yn dizze mienskip sels fan de Hartoch sûnder mear akseptearre.
- 19 "Ein" moat hjir opfette wurde as "doel", om de wurdspiling syn gerak te jaan.
- 20 In learde wurdspiling. "Respice finem" (Latyn) betsjut: tink om de ein; "respice funem": tink om it tou. Papegaaien profetearje fansels altyd mâle dingen, om't hja in bulte rouwe taal te hearren krije.
- 21 Sa waarden dwylsinnigen yn âlde tiden no ienris behannele. Tink ek om wat Malvolio oerkomt yn "Trijekeninge-jûn".
- 22 Kostlik is hjir de ûnferwachte omkear fan de abdisse, dy't hjir wierskynlik har nei Antipholus útgeand hert mear as har leare sprekke lit.
- 23 Shakespeare liket hjir in him bekende sitewaasje yn Londen te tekenjen, dêr't feroardielen terjochtsteld waarden.
- 24 Circe: in grutte tsjoenster, bekend út de skiednis fan Odysseus; minsken dy't út har beker dronken, ferlearen de rede en waarden bargen.
- 25 Iem: omke.

## *Tafoeging fan Douwe Kalma*

Is men wat bewend rekke oan de taal en styl fan Shakespeare, dan sil men jins geniet krije oan it minsklike, it earlike en it koartswilige yn dit stik. Om dit lêste te wurdearjen moat men jin der wol efkes tige by jaan; de wurdboarterijen wiene de harsengymnastyk fan dy dagen liket it. Al gau krijt men der ek nocht oan, ja geniet fan.

Yn dit stik, dat, as it net syn alderearste is, dan dochs grif ta de iersten fan syn komeedzjes beheart, hâldt Shakespeare him oan de trije ienheden, dat er oars nea die: it stik spilet op ien plak (Efeze), op ien dei, en it hat mar ien hanling.

De ferstechnyk is, by syn lettere masterwurken ferlike, jit moai stiif, syn karakterisearring jit mear sketsmjittich as ynkringend. In oanrin ta de grutte Shakespeareaanske lyryk fynt men allinne yn it petear, as Antipholus fan Syracuse om Luciana stiket. Likemin is der praat fan grutte dramatyk, al binne der libbene figueren genôch yn: de beide Antipholussen, de beide susters Adriana en Luciana, mar benammen dy twa kostlike bysfeinten fan Dromio's. Hja allinne meitsje dit stik, dat op it each net de minste pretinsje hat, ta in yn syn soarte grut stik. Shakespeare hat oan it kluchtige middestik in romantyske ynset en oplossing tafoege, mei in, yn de figuer fan Ægeon, sterk tragysk motyf. Technysk is der wol ien en oar tsjin yn te bringen; mar it talint fan de jonge master hat no al dat eigenaardich tsjoenende dat letter ta folle ûntjouwing komme sil. Hy nimt de taskôger mei sa'n feart en foarsje mei, dat dy suver gjin tiid hat ta ferstanlik kritisearjen, en al oandien wurdt en laket ear't er mei syn beswieren komme kin.



## Oer “Leafde’s Lêst net Leanne”

*Eftergrûn en datearring fan “Leafde’s Lêst net Leanne”.*

Yn 'e jierren 1592-1597 likernôch wie Shakespeare profesjoneel nau en miskien ek yntym bûn oan Henry Wriothsley, de greve (“Earl”) fan Southampton. Earder, yn 1582 wie er troud mei in âldere frou, Anne Hathaway, en dêr hie er trije bern by. Wat er tusken 1582 en 1592 krekt die witte wy net, mar der binne oanwizingen dat er alderhanne baantsjes hie. Yn 1590 ferliet er syn famylje tydlik om yn Londen as akteur en toanielskriuwer oan it wurk. Yn Londen learde er de Earl fan Southampton kennen. Yn 1592-1593 wie der fierder in útbrek fan 'e pest. Dat wie fan dy gefolgen dat de teaters fan Londen sletten wiene. Der wurdt troch in protte kritisy grute dat Shakespeare dy tiid trochbrocht mei niisneamde Southampton. Shakespeare soe yn 'e tiid dat de teaters sletten wiene al it materiaal skreaun ha dat net foar it teater is. Dêrby hearre de lange, fertellende gedichten “Venus and Adonis”, “The Rape of Lucrece”, de sonnetten en it ûnteatrale toanielstik “Leafde’s Lêst net Leanne”. Hoe dat sa, in ûnteatraal toanielstik? Wolno, it stik hat sa'n protte “inside jokes” en it hat sa'n hofeftige toan dat it hat alle eigenskip dat it in priveetoanielstik wie foar de groep om Southampton hinne, yn besletten romte opfierd of foardroegen doe't de teaters fanwegen de pest sletten wiene. Letter soe it stik mear foar it teater oanpast wêze kinne, doe't Shakespeare ienris ferneamd wie. Dêrmei soe de earste ferzje fan it stik út 1592-1593 datearje. Likegoed as it yn oarewei atypyske “In Komeedzje fol Fersinnen” soe “Leafde’s Lêst net Leanne” it earste stik fan Shakespeare wêze kinne. Wis is dat it in ier stik is.

### *Emansipaasje.*

Yn “Leafde’s Lêst net Leanne” hat Shakespeare, of leaver, ha froulju de gek mei de healwize beloften fan jonge mannen, en benammen fan fereale jonge mannen. Opfallend is dat der yn it stik hielendal gjin kriteyk op froulju is. It binne de froulju dy’t kriteyk jouwe en gekoanstekke, mar har mooglike wredens of har eigen lekken en brekken komme sels net op it aljemint. Dat soe in oanwizing wêze kinne dat Shakespeare as persoan him earder mei froulju as mei manlju identifisearre. Yn “In Komeedzje fol Fersinnen” foel it ek al op dat Adriana, de frou dy’t tinkt dat har man it mei in oar hâldt, mei safolle sympaty delset wurdt. Dy identifikaasje mei froulju is in sterke oanwizing foar it idee dat Shakespeare gjin sljocht en rjochte hetero wie, hoe graach oft de tradisjonele Ingelske kriteisy soks ek foarûnderstelle wolle. Yn alle gefallen wurdt de posysje fan ’e frou nearne sa skerp analysearre en útbylde, en mei safolle sympaty beskreaun, as by Shakespeare.

### *“Love is a battlefield.”*

It plot is alsa. De kening en syn freonen (Biron, Longaville en Dumain) dogge in belofte dat se in jier studearje sille, yn askeze, dus sûnder kontakt mei froulju. It is fansels in healwiis plan, want allinne de steatssaken fan ’e kening sille soks al gau trochkruse. Boppedat, wêrom soene hite jonge mannen soks samar dwaan? Om’t har de ‘deugden’ fan wiisheid en askeze oanpraat binne. Ynderlike oanlis ha se der lykwols net foar.

As de prinsesse fan Navarra mei trije moaie fammen op besite komt, rint de belofte al gau kwels. De kening wurdt op ’e prinsesse fereale en syn freonen op har fammen (Rosaline, Katharina, Maria). De kontakten tusken de manlju en de froulju ha it karakter fan in wurdestriid. Mei ‘geast’, mei ferbaal fjoerwurk, besiket de man de frou ôf te troevjen en oarsom. Mar hoewol’t it publyk wille fan it ferbale

fjoerwurk ha mei, giet efter dy wille in tsjuster Shakespeareaansk boadskip beskûl: “love is a battlefield”. En de absolute winners op dat slachfjild binne dyen dy’t sels net fereale binne, de froulju dus. De leafde makket de manlju dimmen en skou dat se alle ferbale fjildslaggen ferlieze. En as de mannen har as Moskoviten fermomme, krije de froulju it yn ’e rekken en maskerje har. En dat net allinnich, de froulju roalje inoars kado’s, dat de as Moskoviten fermomme manlju (dy’t har oan ’e kado’s werom tinke te kennen) by de ferkearde froulju stykje en dûbel sa wreed ôfstegere wurde. Want it is makliker en wês wreed tsjin in oar syn frijer as tsjin jins eigen, sa’t de berekkenjende froulju mar al te goed witte.

*Ferachting foar fereale manlju?*

Yn in normale komeedzje soene de manlju mei de froulju trouwe oan ’e ein fan it stik. Mar Shakespeare dûkt wol faker tusken komeedzje en trageedzje yn. As de manlju alle respekt, ek selsrespekt, en hoop ferlern ha, liket der in kear te’n goede te kommen, as de legerein in fertoaning opfiert, de “Njoggen Helden”. Troch dy te belekjen en te beskoaien krije de manlju har selsrespekt werom:

Kening Biron, hja sille ús beskamme meitsje, lit har net tichterby komme.

Biron De skande binne wy treast, hear, en it is sa min net fûn,  
En fertoan eat, minder as wy, as de kening en syn bûn.

[ v - 2 ]

En yndie, as de amateurs har keunsten fertoane, dogge de mannen en benammen Biron oars net as spotte. It is hast beskamsum: Shakespeare ropt hast al te bot ús ferachting op foar soksoarte dwaan. Yn suver al syn stikken presentearret Shakespeare ús op syn minst ien

perspektyf dat alle fereale folk bespotlik makket. Mar de wat grimmitige sfear tusken manlju en froulju is brutsen no't se tegearre om de hampelmannen laitsje kinne en alles liket op in goede ein ta te gean. Mar nee, der komt hommels tyngde dat de heit fan 'e prinsesse ferstoarn is en de froulju moatte werom nei Navarra. De kening stiket gau noch efkes om in belofte. De prinsesse seit dat se tocht dat it net serieuus wie, mar no't it al sa blykt te wêzen, leit se de kening op in jier foar har yn askeze te libjen. Allyksa de oare stikers. Dogge se dat en bewize se sa de serieuzens fan har leafde (nei har healwize fiten), dan meitsje se in goede kâns.

*Fereale en ûnrjyp.*

It is wol iroanysk dat it stik begjint mei in gelofte dy't net holden wurdt (foar de wiisheid) en einiget mei in gelofte dêr't wy net fan witte oft er holden wurde sil (foar de leafde). Leafde en wiisheid wurde hjir foarinoar oer set. Leafde makket minsken healwiis, mar it stribjen nei wiisheid, leardens, makket har noch folle healwizer. Leardens wurdt folslein bespotlik makke yn dit stik. De gelofte fan 'e fjouwer manlju om har oan leardens te wijen wurdt daalks brutsen, en allegear learde byfiguren (Don Armado, Holofêrnes) wurde bespotlik makke. En it learde ferbale fjoerwurk fan stikers wurdt troch Biron (deselde fan 'e fjouwer manlju dy't de haadrol spilet) sels ferflokt, as eat dat ôfbrek docht oan it wiere libben. As blykt dat de froulju de mannen op alle fronten te pakken hân ha, wurdt Biron ynienen bitter en klaget:

Biron O, pleagen reint it foar ús iedbrek al!  
Kin sels in koop'ren antlit soks wjerstean?  
Hjir stean ik, frouwe; los no op dit stal,  
Tref my mei spot, ferhún dit lyts bestean!  
Trochboarje frij myn ûnwit mei dyn geast,

Snij my yn stikken mei dyn skerp fernim,  
 En nea freegje ik te dûnsjen dy, foar treast,  
 Nea kom ik wer as Rus ferklaaid by jim.  
 Fuort, elts betrou op taspraken, al skreaun,  
 Op foardrachtskeunst fan skoallejonges-tongen;  
 Fuort, maskers, by 't besykjen fan in freon,  
 En leafde op rym, oft bline barden songen.  
 Jim, siden siswizen, sêft wurd-beskreppen,  
 Fyn mûle-riuwen, gabjen sûnder ein,  
 Wanwize bylde-preal, of hieltyd heappen  
 Dy simmer-miggen maitsen yn myn brein;  
 Neat mear dêrfan! Tenei, by dizze want  
 (En o, hoe blank de hân dêryn, wit wa?),  
 Is al dat skynmoai út myn stykjen band;  
 Fyfskaften nee is 't no of sarjes ja;  
 Dat ik set yn, faam – no, God stypje my!  
 Sûn, *sine limite*, is myn hert foar dy.

Rosaline Gjin sinen, bid ik jo.

Biron Dat wie in steal  
 Fan d' âlde kwaal;  
 [ v - 2 ]

Biron syn reaksje lit sjen dat er as in wiere fereale jongfeint oer-  
 driuwt en yn 'e âlde flater fan al te grutte beloften ferfalt. No't se  
 de slach ferlern ha en beskamsum yn 'e rekken krije hoe't de froulju  
 har te fiter hân ha, ferfalt Biron earst ta ekstreme selsferachting en  
 deawinsken ("los op dit stal", " Snij my yn stikken" en sa fierder).  
 Dêrnei nimt er net sels ferantwurdlikheid foar it barren, mar jout de  
 skuld oan 'e gewoante om mei de skynmoaiens fan ferbaal fjoer te  
 stykjen ("foardrachtskeunst fan skoallejonges-tongen"). Wyls wiist

dy seldichste ferwizing nei skoaljonges op 'e ûnripen en oerhastigens fan 'e kening en syn bûn. En oan 'e ein fan syn ferhaal docht Biron nota bene foar de tredde kear in belofte (neat mear ferbaal fjoerwurk en sokke keunsten) dy't er net hâlde sil! Syn hert is foar Rosaline, seit er, mar hy kin it net litte en brûk de oerdreaune skynmoaiens fan Latyn en seit "sine limite" ('sûnder begrinzging'), wat fansels noch ris in typyske oerdriuwing is. Rosaline nimt him fansels daalks geweken op dat punt troch de spot mei dat skynmoaie Latyn fan Biron te driuwen ("Gjin sinen, bid ik jo").

*Alles rint kwels: is Shakespeare in synikus?*

Yn in subplot dat parallel rint wurdt it haadplot nochris mei de gek beslein. Sa't yn it haadplot alle manlike plannen mislearje, allyksa yn it minystikje "De Njoggen Helden" dat de legerein foar de hegerein opfiert. Don Armado en syn maten binne de kening en syn freonen yn in gniisspegel. De ferbale ambysjes fan Don Armado mislearje hieltiten, syn ferlikingen lykje nearne nei en elkenien hat de gek mei him. Hy wurdt fereale op it plattelânsfamke Jaquenetta, mar dy lit ek net blike dat se him serieuus nimt. It is hast as nimt Shakespeare yn dit stik mei humor wraak op alle geast, miskien om't er dêrtroch lijt? En lykas de kening en syn freonen oan 'e ein fan it stik in gelofte dwaan moatte oan har fammen, moat Don Armado dat ek: hy sil trije jier ploegje foar Jaquenetta: it liket der hast op dat healwizens gewoan útbute wurde moat. It learde petear fan skoalmaster Holofernes en Nathaniël is allyksa in satire op it ferbale fjoerwurk fan 'e hegerein.

Alles rint kwels yn dit stik, teminsten foar de leavers. Foar de berekenjende froulju giet alles neffens plan ...? De titel is net om 'e nocht "Leafde's Lêst net Leanne". It synisme fan Shakespeare komt alderdúdlikst ta utering yn 'e ein fan it stik. Der wurdt dan in liet songen

oer de maitiid en de winter. Mar de maitiid wurdt as in bange tiid beskreaun:

Maitiid.  
As bûtergieltsje en finneblom  
En plomlewierke, sêft en kein,  
Fioeltsje blau en Pinksterrom  
De mieden siere, fier en hein,  
Dan sjongt de koekút, klear fan liet,  
Wat in troude man te wachtsjen stiet:  
Koekút,  
Koekút, koekút! O lûd sa near,  
Unnoflik foar in troude mans ear!  
[ v - 2 ]

It is as wol Shakespeare sizze: de jonkheid, de ûnripen set de wrâld op syn kop. En dochs is it Shakespeare syn gruttens dat er net allinne mar synikus is. Njonken it negative plaatsje fan 'e maitiid komt it positive plaatsje fan 'e ripens, de winter, en de treast te stean:

As lûd de wyn him hearre lit,  
En dûmnys wurdt yn 't hoastjen swynt,  
It fûgelt stiif op 't sniefjild sit,  
En Nynke' noas fan readens skynt,  
As apels siizje en elts hat sin,  
Hoe't d' ûle jûns dan kleie kin:  
Oe-hoe,  
Oe-hoe, oe-hoe, in wolkom liet,  
As Japke by de bierpôt stiet.  
[ v - 2 ]

De fjildslach tusken manlju en froulju rint by einsluten miskien út yn in goede relaasje as se âlder binne (winter). De yllúzje fan moaie wurden is dan faaks trochsjoen, as “dûmnys wurd yn ’t hoastjen swynt”. De manlju ha yn alle gefallen ynsjoen dat har eardere gelofte oan ’e leardens en de wiisheid sinleas wie en dy ferfongen foar in gelofte út leafde. Shakespeare wurdt troch de kritisy faak as in moralist delset. De moraal fan “Leafde’s Lêst net Leanne” soe neffens har wêze dat men jins beloften hâlde moat. Dat is net sa. It ferbrekken fan in dwaze belofte (om leardens) wurdt troch Shakespeare net as ferkeard beskreaun – exit simpelmans moraal. It knappe fan Shakespeare is no krekt dat moraal en synisme yn syn stikken njonkeninoar steane sûnder inoar te biten.

*Humor, hypokrisy en wiisheid.*

Yn ’e ferbale útwikselingen sit in protte humor, mei de wenstige platte seksuele ferwizingen dêr’t Shakespeare en syn publyk sa sljocht op wiene:

Maria In kostlik besketten wyt, dat beide treflik rekken.

Boyet Ja, it wyt! Dat moat men wite! Wyt, lyk de juffer sei!

Mar in prikke moat deryn, dêr mjit men better mei.

Maria Nee, dat is te fier fan de bôgehân; jo binne bûten, hear.

Jobbe Ja, hy moat neier sjitte, want oars komt it net klear.

[ IV - I ]

Mar der is ek in fantastyske sêne dat de mannen faninoar noch net witte dat se fereale binne. Elk tinkt dat hy de iennichste is dy’t fereale is en dêrtroch syn belofte brutsen hat. Biron sit yn ’e beam en heart hoe’t de kening syn leafde bedeklamearret. Dan komt Longaville, de kening ferberget him, en de kening en Biron sjogge (en Biron sjocht

hoe't de kening sjocht) hoe't Longaville syn leafde foar Maria bedeklearret. Dan komt Dumain en fan itselde. As Dumain klear is, komt Longaville foar it ljocht en sil Dumain de mantel útfege om't er fereale is. Hiel dûbelhertich want hy seit net dat er sels ek fereale is. Dan komt de kening foar it ljocht dy't beide geweken nimt. En dan komt Biron dy't de oare trije bestraffend tasprekt. Biron syn bedroch komt letter út, as in leafdesbrief fan Biron yn 'e kening syn hannen komt. Wat in hypokriten! In belofte yn 'e hjitte hei dien rint sa fansels op hypokrisy út. Mar leaut Shakespeare echt dat sokke flaters fan jonkheid en ferealens foarkommen wurde kinne? Fansels net: sa is it libben no ienris!

ERIC HOEKSTRA  
MEXICO CIUDAD  
juny 2003



Leafde's lêst net leanne

## Persoanen

*Ferdinand*, Kening fan Navarra.

*Biron, Longaville en Dumain*,  
eallju fan it hof fan de Kening.

*Boyet en Mercade*,  
eallju yn tsjinst fan de Prinsesse fan Frankryk.

*Don Adriano de Armado*,  
in útwrydsk Spanjoal.

*Hear Nathaniël*,  
in helppreker.

*Holofernes*, in skoalmaster.

*Sûle*, in plysje.

*Jobbe*, in boerepringel.

*Mot*, paazje fan Armado.

*In boskwachter*.

*De Prinsesse fan Frankryk*.

*Rosaline, Maria en Katharina*,  
ealfammen yn tsjinst fan de Prinsesse fan Frankryk.

*Jaquenetta*, in boerefaam.

*Hofamtners en oaren*,  
yn tsjinst fan de Kening en de Prinsesse.

## BEDRIUW I

### TOANIEL I

*(In park, mei in paleis dêryn. Op komme de Kening, Biron, Longaville en Dumain.)*

Kening Lit aller minsken ealst begear, de rom,  
Grut op ús brûnzen grêven fuortbestean,  
Us jit ta sier, as Dea wat sier wie nimt;  
Om't, wat dy ropsek Tiid dan ek ferslynt,  
Dizze amme' sprake ús eare keapje kin  
Dêr't d'igge fan syn seine stomp by wurdt,  
Wylst wy jit ivichheid beêrvje sille.  
Dat, eale oerwinders – want dat binne jim,  
Sa sterk tsjin eigen fielingen te striid,  
Tsjin dy ûnbiid'ge macht fan wrâlds begearten –  
Yn folle krêft sil bliuwe ús lêst beslút;  
Ferheard sil stean de wrâld oer Navarra,  
Us hof sil wêze in Akadeemje yn 't lyts,  
Stil, ynkeard, dat dêr witnis libje mei.  
Biron, Dumain en Longaville, jim trijen,  
Ha sward, mei ús te libjen hjir, trij' jier,  
As stúdzjematen, neffens kêst en wurd,  
Lyk as beskreaun stiet yn dit wichtich stik.  
Jimme ied is dien, set dus jim nammen no,

- Dat, wa't hjiryn de ringste kêst mar skeint,  
 Mei eigen hân syn eare delslaan sil.  
 Ha jim de krêft te dwaan wat jimme ied sei,  
 Set hjir jim namme, dat soks fêststean mei.
- Longaville Mar trij' jier fêstjen is dit; ik bin ree.  
 Te gast gean sil de geast, al ligt it liif;  
 Bûk fol, de holle leech; en dy't swiet yt,  
 Makket de ribben ryk, de geast faljyt.
- Dumain Myn foarst, Dumain is foar de wrâld al stoarn;  
 Har rouwer soarten wille smyt er jern  
 De leger slaven fan har rouwens ta;  
 Foar leafde, rykdom, pronk bin ik as wei,  
 Mar yn de wiisheid libje ik, ek dêrnei.
- Biron Ik hoech mar oer te sizzen wat hja neamden;  
 Want, eale foarst, ik hie al sward, ik soe  
 Hjir libje foar de stúdzje, dy trij' jier.  
 Mar oare strange plichten bin der jit,  
 Lyk as, gjin frouminske yn dy tiid te sjen,  
 Dat, hoopje ik al, hjir net beskreaun stean sil;  
 En eltse wike in dei gjin iten ha,  
 Dêrby jit, mar ien mieltyd eltse dei,  
 Dat, hoopje ik ek, hjir net beskreaun yn stiet;  
 En dan, in sliiep fan mar trije oeren nachts,  
 Wylst nimmen deis in each jin tadwaan sjocht,  
 Foar my, dy't al de nacht fan kwea net wist  
 En faak de heale dei ta nacht my makke –  
 Dat, hoopje ik wis, stiet net beskreaun hjiryn;  
 Want soere plichten bin dat, dy't net smeitsje,  
 Gjinn frou ea sjen, studearje, fêstje, weitsje!
- Kening Dat wie it wat jins ied ús klear fersei.

- Biron O nee dochts, hear, as ik dat neame mei;  
 Mei jo studearje soe 'k allinne, wier,  
 En oan jins hof tahâlde dy trij' jier.
- Longaville Dat swarden jo, Biron, en 't fierdere ek.
- Biron Ei, sikersonk, hear, dan wie 't út de gek.  
 Mar wêrta is 't, dat men sa leart en lit?
- Kening Wel, om te witten wat men oars net wit.
- Biron Ek wat jins sljocht ferstân ferhoalen is?
- Kening Dat is de stúdzje' godlik lean, jawis.
- Biron Skoan! Dan swar ik, studearje sil ik sa,  
 Dat sels ferbeane witnis sil ik ha;  
 Lyk as, hoe't ik ris hearlik ite kin,  
 As my ûntsein is oars te gast te gean;  
 Of wêr't ik dochts in faam fyn nei myn sin,  
 As alle froulju jilde foar ferbean;  
 Of, as in ied te fûl my bynt, te nau,  
 Ik sa'n ied brek, mar warje kin myn trou.  
 As soks de stúdzje' lean is, fêst en wis,  
 Dan wit hja wat jin oars ferhoalen is;  
 In ied dêrop, dy doch ik, sûnder mis.
- Kening Nee, by sok ding bedijt de stúdzje neat,  
 Om't soks de geast mar iid'le wille leart.
- Biron Ei, wille is idel, jimmer, mar meast dan,  
 As leed har koft hat, en der komt leed fan;  
 Lyk as dat boek-bestoarjen sûnder rêst  
 Om wierheids ljocht, wylst wierheid soks net telt  
 En wylst jins eag'ne ljocht temûk sa dwêst,  
 Dat ljocht, ljocht sykjend, ljocht it ljocht ûntstelt;  
 En, ear't men ljocht yn nearzich tsjuster fynt,  
 Jins eag'ne ljocht jit yn dat tsjuster swynt.

Doch earder war en jou jim eagen tier  
Troch har te rjochtsjen op jit moaier eagen,  
Jim ta betroude liedsters, klear en wier,  
Ljochtbringsters, as oer d' eagen dizen teagen.  
Want stúdzje is lyk de swide sinne omheech,  
Dy't har fan gjin dryste eagen kenne lit;  
Wat winne boekewrotters, leard en dreech,  
As wat in skriuwer, yn syn waan tiisd, wit?  
Dy ierske petefaars fan 't stjerrehear,  
Daalk mei de namme ree as men ien sjocht,  
Ha oan har himelsk ljocht gjin sierke mear,  
As dy't, net wittend, earet dat grut nocht.  
Oerleardens, wier, ferbjust'ret jin faak raar,  
En nammen jaan kin eltse petefaar.

Kening Sok leard petear, en leardens dan ûntriede!

Dumain Sa treflik steld en ta betiisdens liede!

Longaville Hy wjûdet bêst en lit dan 't ûnrant riede.

Biron 't Wurdt Maitiid, as de jonge guozzen briede.

Dumain Hoe slút dat oan?

Biron Bêst neffens plak en tiid.

Dumain It hat gjin sin.

Biron O, mar it rym is swiid.

Kening Biron is lyk in nyd'ge froast, dy't let  
Jit woedet tsjin wat tear de Maitiid siert.

Biron Goed, neam my sa; mar pocht de simmer net,  
Ear't jit de fûgels reden ha ta liet?

Moat ik dan bliid wêze om ûntiid'ge berten?

Mei Krysttiid winskje ik roazen like min

As wite snie yn Maitiids grien begjin,

Mar hâld fan al wat foeget by tiids rin.

Jim stúdzjettiid hat west; jim krûpe yn waan  
In dak oer, om in doarke los te dwaan.

Kening Goed, doch net mei; farwol, Biron, en gean.

Biron Nee, eale foarst, myn ied wol ik foar stean;  
Al haw ik mear foar de barbaarskens sein,  
As jo foar d' ingel Witnis kinne, hear,  
Wat ik besward ha, set ik troch oan d' ein,  
En dy trij' jier sit ik wol út, ienkear.  
Jou my dat brief, dat ik jins wet fernim  
En ûnderskriuw, al driget dy ek slim.

Kening No wykt de skande fan jo, by dy stim.

Biron (*Lêzende.*) "Item, dat gjin frouminske minder as in mile  
by ús hof komme sil." – Is dat wrâldkundich makke?

Longaville Fjouwer dagen lyn.

Biron En lit sjen, de boete? (*Lêzende.*) "Op straffe fan har  
tonge te ferliezen." – Wel, wa kaam dêrmei?

Longaville Ik die dat, hear.

Biron Wêrom dochs, stalke, sei?

Longaville Sa'n strange straffe keart har grif hjirwei.

Biron Wol skerp, sa'n wet, as freonskip soks net mei! (*Lêzen-  
de.*) "As men hokfoar man binnen dy trije jier mei in  
frouminske praten sjocht, sil hy yn it iepenbier de skan-  
de ûndergean dy't it fierdere hof mooglikerwize dêrfoar  
stelle sil."

Myn foarst, jo moatte fuort dy kêst sels brekke;  
Jo witte it, as in seinboade woe jo  
De Frânske keningsdochter jitte sprekke,  
In faam, hja fynt har wjergera nearne no;  
Oer d' ôfstân is 't fan 't Aquitaanske lân  
Oan har brekfall'ge en bêdryd'ge heit;

- Dat dizze kêst hâldt dalik al gjin stân,  
 As neat dy hege faam jins hof ûntseit.
- Kening Hearen, hoe no? Want dit fersommen wy.
- Biron Sa sjit de stúdzje aloan har wyt foarby;  
 Wylst hja har wart te winnen wat hja woe,  
 Untgiet har, wêr't hja meast om tinke soe;  
 En hat hja har sin al, dan is 't dêrmei  
 As mei ferbaarnde stêden: wûn en wei.
- Kening It kin net oars, dan jildt dy kêst hjir net.  
 Hja moat hjir toevje, út needsaak; need brekt wet.
- Biron Ut need brekt sa wis trijetûzen kear  
 Elts fan ús bûn syn wurd yn trij' jier tiid;  
 Elts oanberne is syn langst en djipst begear;  
 Gjinn macht, genede allinne oerwint dy swiid;  
 Brek ik in ied, dan sis ik: "t Is my leed,  
 Mar wier, ik briek myn wurd allinne út need."  
 Dat willich tekenje ik dy hiele wet,  
 En dy't it ringste ôfwike soe dêrby,  
 Untkomt yn ivichheid syn skande net;  
 Mar, hoe't ferlieding oaren lûkt en my,  
 Ik leau, al aks'le ik faaks it langst har tsjin,  
 Dat ik myn ied wol ris langst hâlde kin.  
 Mar wurdt ús alle ûntspanning hjir ûntkeard?
- Kening Wis net: jim witte, hjir oan 't hof ferkeart  
 In reizger út it Spaanske, rju ferfine,  
 Yn eltse wrâldske nijichheid trochleard,  
 Mei yn syn brein in selds'me wurde-mine;  
 Ien, fan syn eigen iid'le tonge' praat  
 Betsjoend as fan in himelswiet muzyk,  
 Dy't, as folmakke, leaut, syn wurd beskaat

As goed en tsjoed fûl stride, kampers lyk.  
Dy, Fantasije' bern, Armado neamd,  
Sil, as ús stúdzje in setsje rêst, rykredich  
Ferhelje, hoe't hyt Spanje sjongt en dreamt  
Fan fallen helden, striidber of genedich.  
Oft hy jim haagje sil? Faaks al, want ik  
Bin mei syn leagenteltsjes tige op 't skik,  
En brûk him wol as minstreel op dat stik.

Biron Armado, o dy eale, yn keunst bedreaun,  
Fol splinternije reden, moade' freon.

Longaville As hy, mei Jobbe-boer, fol fjoer him wart,  
Dan oan de stúdzje, en dy trij' jier is koart.  
(*Op komme Sûle, mei in brief, en Jobbe.*)

Sûle Wa is de hartoch syn eigen persoan?

Biron Hjirre, maat; wat woesto?

Sûle Iksels bepresintearje syn eigen persoan, want ik bin syn  
genede syn plysjeman; mar ik woe syn eigen persoan sjen  
yn flesk en bloed.

Biron Dêr stiet hy.

Sûle Signor Arma – Arme – rekommandearret jo. Der barre  
smjuntestikken; dit brief sil jo mear ferdútse.

Jobbe Hear, dit dikkemint dêr is ek folle fan my yn.

Kening In brief fan de heech-hearlike Armado!

Biron Hoe wiidweidich fan stof hy ek wêze mei, ik hoopje yn  
God op ferheven wurden.

Longaville In ferheven hope foar in lege himel; mei God ús macht  
jaan oer ússels!

Biron Om te harkjen, of ús laitsjen yn te hâlden?

Longaville Om dimmen te harkjen, hear, en mei mjitte te laitsjen; of,  
om beide te litten.

- Biron Goed, hear, lit ús dan sa heech yn fleurigens kliuwe as it om de styl mei en kin.
- Jobbe It giet allegearre oer my, hear, en yn ferbân mei Jaquetta. Ik trape deryn, en ik waard trappearre.
- Biron Trappearre, hoedat?
- Jobbe No, hear, neffens steat en wize lyk as folget, beskreaun yn dy trije punten; alderearst, hja seagen my mei har by sa'n soarte fan state, en de wize song ik op in bankje neist har, en hja pakten my doe't ik har yn de bosk folge. En hear, in man syn steat bringt mei dat er in frouminske te wurd wol, en dy wize – dat moat no ienris op in wize.
- Biron Hoe stiet it mei dat folgjen, maat?
- Jobbe De straffe sil wol folgje, hear, mar God hoedzje it rjocht!
- Kening Wolle jim mei omtinken nei dit brief harkje?
- Biron As nei in orakel, hear.
- Jobbe Ja, sa ûnnoazel is in minske, hy harket altyd nei it flesk.
- Kening (Lêzende.) “Hege steedhâlder, vice-regint fan it útspannel, iennichste bewâlder fan Navarra, myn siele' ierdske God, sterker en beskermer fan myn lichem – ”
- Jobbe Fan Jobbe jit gjin wurd.
- Kening “Sa is it – ”
- Jobbe No, sa kin it wêze; mar as er seit dat it sa is, dan is hy, op it stik fan wierheid-sizzen, mar sa-sa.
- Kening Stilte!
- Jobbe Mei myn diel wêze, en fan eltsenien, dy't net fan trelit hâldt.
- Kening Gjin wurd.
- Jobbe Oer in oarmans geheimen, beleaven net.
- Kening “Sa is it, dat ik, fan swartkleurige swiersettichheid bestoarme, dat tsjuster-benearjende moed it aldersûnste genês-

middel oanpriizge fan dyn sa streksome loft, en, sawier as ik in ealman bin, my te kuierjen joech. Hoe let yn de tiid? Om de sechte oere hinne; as de bisten mear as oars weidzje, fûgels op it bêst pikke, en de minsken sitten gean foar dy mieltyd dy't men fan jimmet neamt. Dat oanbelangjend tiid en oere. No oer hokker grûn; ik mien de grûn dêr't ik op kuiere; hy is hjitten fan dyn bosk. Dan oer hokker plak; it plak, mien ik, dêr't ik tsjûge wêze moast fan dat ûnhuere en alderûnsinnichste barren, dat myn sniewite pinne de eboniten inket ûntparset dysto hjir oanskôgest, belôkest, oereagest en sjochst; no dan oer dat plak: it is noard-noard-east nei east fan de westerherne fan dyn keunstsinnich kronkele tún; dêr seach ik dy leech tinkende pringel, dat earmtlike stikelbearske fan dyn wille – ”

Jobbe My.

Kening “Dy ûnlettere, lyts wittende siele, – ”

Jobbe My.

Kening “Dit fet fol ûnnoazelheid – ”

Jobbe Jit altyd my.

Kening “Dat, nei't it my foarstiet, neamd is fan Jobbe – ”

Jobbe Ja, my!

Kening “Yn omgong en ferkearing, stridich mei dyn bekrêftige omroppen edikt en statút fan ûnthâlding, mei – o mei – mar hjir rydboskje ik it te sizzen, wêrmei – ”

Jobbe Mei in mokkel.

Kening “Mei in bern fan ús oarremem Eva, in wyfkeminske; of, foar dyn kekener begryp, in frouminske. Him haw ik, oanpuond fan myn jimmer heechskatte plicht, nei dy ta stjoerd, dat er de fertsjinne bestraffing kriget, mei dyn

hege genedes amtner, Teunis Sûle; in man fan goede namme, goed hâlden en dragen en wol achtenearre.”

Sûle Mei my, as 't jo haget; ik bin Teunis Sûle.

Kening “Wat Jaquetta belanget, lyk it swakkere fet beneamd is, dat ik trappearre mei de boppe neamde pringel, har hâld ik as in fet fan dyn wets grimichheid; en by de lytste wink fan dyn minlikens, sil ik har foar it rjocht fiere. Dines, mei al de betsjûgingen fan de tawijde en herte-sinzjende lôge fan syn plichtleavjende trouwe,

Don Adriano de Armado.”

Biron Dat is net sa goed as ik ferwachte, mar wol it bêste dat ik ea heard haw.

Kening Wis, it bêste yn it minste. Mar, tsjirl, wat seisto hjirfan?

Jobbe Hear, fan dat frouminske beken ik.

Kening Hasto de ôfkundiging heard?

Jobbe Ik beken al dat ik dy heard ha, mar merkbiten net sa bot.

Kening Der is in jier tichthús foar omroppen as men mei in frouminske trappearre waard.

Jobbe Hear, dêr bin ik net mei trappearre; it wie mei in jufke.

Kening Goed, jufke is der ek by neamd.

Jobbe In jufke wie dit dochs ek net, hear, it wie in jongfaam.

Kening Dat falt der ek ûnder; ek dat wurd is omroppen.

Jobbe As dat sa is, dan gjin jongfammigens; lit ús prate fan faam allinne.

Kening Mei dy faam rêdsto it net, maat.

Jobbe Mei dy faam rêd ik it bêst, hear.

Kening Hearskip, ik sil dy dyn fonnis neame: in wike festje op wetter en simmels.

Jobbe Ik woe leaver in moanne bidde op skieppeflesk en brij.

Kening Beweitsje sil dy fierders Don Armado;

Lit him dêrhinne bringe, hear Biron.  
Hearen, wat wy besward ha, fêst fan moed,  
Lit ús dat dwaan, en weitsje foar ús rom!

*(Kening, Longaville en Dumain ôf.)*

Biron Myn holle wedzje ik om, tsjin hokfoar hoed,  
Dy wet, dy ieden, laket elts gau om.  
No mei, maat.

Jobbe Ik lij foar de wierheid, hear, want it is wier, ik bin mei  
Jaquenetta trappearre, en Jaquenetta is in fanke dat it  
hâldt mei de wierheid; dat wolkom, do bittere tsjelke  
fan it fertún! Ienris sil de depresje wol wer glimkje; en sa  
lang, leed, jou dy del!

*(Allegearre ôf.)*

#### TOANIEL 2

*(In oar plak yn it park. Op komme Armado en Mot.)*

Armado Boi, wat seit it, as in man fan treflike geast melancholyk  
wurdt?

Mot Dat seit tige wis, hear, dat hy der swiertillend út sjen sil.

Armado Ei, swiertillendheid is suver itselde begryp, leave doge-  
neat.

Mot Nee, nee, o hearken, nee, hear.

Armado Hoe hâldsto swiertillendheid en melancholy útinoar,  
teare kwekeling?

Mot Troch in ienfâldige betsjutting fan har wurking, taaie  
âldbbaas.

Armado Taaie âldbbaas? Hoe dat sa? Taaie âldbbaas?

Mot Wêrom teare kwekeling? Wêrom dat?

- Armado Dat neamde ik, teare kwekeling, as in skiklike beneaming dy't foeget by dyn jonge dagen, dy't wy mei it wurd tear betsjutte meie.
- Mot En ik, taaie âldbaas, as in paslike titel ta jins âlderdom, dy't wy taai neame meie.
- Armado Leaf en libben.
- Mot Hoe miene jo dat, hear? Ik leaf, en myn sizzen libben? Of ik libben, en myn sizzen leaf?
- Armado Do leaf, omdatsto lyts bist.
- Mot In bytsje leaf, om't ik sa lyts bin. Wêrom libben?
- Armado En libben, omdatsto sa fluch bist.
- Mot Sizze jo dat om my te priizgjen, hear?
- Armado Om dy nei wearde te priizgjen.
- Mot Mar in iel koe ik dyselde eare jaan.
- Armado Hoe, dat in iel sa fernimstich is?
- Mot Nee, dat in iel sa fluch is.
- Armado Do bist fluch yn it anderjen, sis ik; do makkest my it bloed hyt.
- Mot Hear, ik bin andere.
- Armado Sok krusen mei ik net oer; it is allegear dwers.
- Mot Hy seit it krekt oarsom as it is: krusen meie net oer him.
- Armado Ik ha ûnthjitten no trije jier mei de hartoch te studearjen.
- Mot Hear, dat kinne jo yn ien oere dwaan.
- Armado Unmooglik.
- Mot Hoefolle is ien, trijeris teld?
- Armado Ik fal wat swak yn it rekkenjen, dat is goed foar de geast fan in taper.
- Mot Jo binne in ealman en ek in spylder, hear.
- Armado Beide erken ik foar wier; beide jouwe hja in gloede oan in man fan in treflike foarming.

- Mot Dan bin ik wis, witte jo ek hoefolle twa-en-in-aas meinoar is?
- Armado Dat is krekt ien mear as twa.
- Mot Dat it rap en rût trije neamt.
- Armado Yndied.
- Mot No, hear, is dat no sa'n dreech stik stúdzje? Sa ha jo trije al útleard, ear't jo trijeris mei it each knypt ha; en hoe maklik it is "jierren" oan it wurd "trije" ta te foegjen, en trije jier te bestudearjen yn twa wurden, dat kin it dûnsjende hynder jo wol sizze.<sup>1</sup>
- Armado In aldersierlikst foarbyld!
- Mot (*Fansiden.*) Dat bewiist, dat jo in nul binne.
- Armado Lit my op dit pas bekenne dat ik fereale bin; en om't in soldaat dy't leavet him ferleget, bin ik fereale op in jongfaam út 'e legerein. As ik mei it lûken fan myn swurd tsjin de oanstriid fan myn fielingen my befrije koe fan it doemweardige tinken dêroan, dan makke ik de begearte finzen, en liet him frijkeapje fan hokker Frânske hofling foar in nij-betochte hoflikheid. Suchtsjen fersmyt ik fier; Cupido, leau ik, soe ik weiflokke kinne. Treastgje my, o boi. Hokfoar grutte mannen ha fereale west?
- Mot Hercules, hear.
- Armado Dy leave, leave Hercules! Mear hege foarbylden, djoere boi, neam dochs mear; en, leaf bern, litte it mannen wêze fan eale rop en goed hâlden en dragen.
- Mot Simson, master, want dy droech him goed en hy droech in ûnbidigen bulte, want hy droech de stedspoarten op syn rêch as in besteller, en hy wie ek fereale.
- Armado Dy stoerboude Simson! Dy sterkliddige Simson! Mei myn swurd oertref ik dy like fier asto my diest yn it poar-

tetôgjen. Ik bin allyksa fereale. Wa wie Simsons leafste,  
leave Mot?

Mot In frouminske, hear.

Armado Hokfoar wêzen hie hja?

Mot Alle fjouwer, of oars trije of twa, of ien fan de fjouwer.<sup>2</sup>

Armado Mar sis my krekt, hokfoar skôging hie hja?

Mot De seewetter-griene, hear.

Armado Is dat ien fan de fjouwer skôgingen?

Mot Ja, hear, dat haw ik lêzen, en it is ek de bêste.

Armado Grien is yndied de kleur fan leavers; mar om in leafste fan  
dy kleur te hawwen, ik soe sizze dat Simson dêr net safolle  
reden ta hie. Hy wie grif wiis mei har om har geast.

Mot Sa wie it, hear, want har geast wie grien.

Armado Myn leafste is wyt en read, en sûnder ien smetsje.

Mot Tige besmette tinzen, hear, wurde fan dy kleuren mas-  
kearre.

Armado Lis dat út, lis dat út, seldsum ûnderrjochte boike!

Mot O heite geast, o memme tonge, stypje my no!

Armado Wat in leaflike oanroping fan sa'n bern, sa swiet en  
oandwaanlik!

Mot  
Is 't famke wyt en rea, o nea  
Sjocht ien har brekken dan;  
Fan skamte wurdt in oar faaks rea,  
Fan freze wyt en wan;  
Mar eanget sa'n ien, wie hja mis,  
Men sjocht it har net oan,  
Om't jimmer sa har wêzen is  
As sûnt har libbens moarn.

Mar in nuodlik rymke, hear, dat tsjin it oardiel oer rea  
en wyt yn giet!

Armado Is der net in sankje, boi, fan de Kening en de Biddel-  
faam?<sup>3</sup>

Mot Sa'n trije minskelibbens lyn hat de wrâld slim skuldich  
west oan sa'n sankje, mar ik leau, no is it nearne mear te  
finen, of as 't al sa wie, doogde it dochs net mear, noch  
foar de wurden noch foar de wize.

Armado Ik wol dy stoarje fannijs beskriuwe litte, dat ik myn  
ôfdoarming oannimlik meitsje kin troch in romroft pre-  
sedint. Boi, ik ha har wier leaf, dy boerefaam dy't ik yn  
it park betrape mei dy op in minske lykjende boer fan in  
Jobbe; o, hja fertsjinnet it tige.

Mot (Fansiden.) Ja, om stryps te krijen, mar ek in better leaver  
as myn baas.

Armado Sjong, boi; it moed wurdt my swier fan leafde.

Mot Dat is wol in grut wûnder, by sa'n licht skepsel.

Armado Sjong, sis ik.

Mot Doch effen tiid, oant dat selskip foarby is.

*(Op komme Sûle, Jobbe en Jaquenetta.)*

Sûle Hear, it is de Hartoch syn sin, dat jo moatte de wrâld foar  
Jobbe befeiligje, en jo moatte him fertier noch pinetinsje  
gunne, mar hy moat trije dagen wyks festje. En dit juf-  
ferke moat ik yn it park beweitsje, dy moat as sa'n soarte  
fan dei-faam tsjinje. Hear, farwol.

Armado Ik sil mysels ferriede mei sa'n kaam te krijen. – Faam!

Jaquenetta Man?

Armado Ik sil dy opsykje by de yngong.

Jaquenetta Dy is net fier.

Armado Ik bin op 'e hichte mei de lizzing.

Jaquenetta No, wat in wiis man!

Armado Ik sil dy fan Wûnders ferhelje.

Jaquenetta En der sa by sjen?

Armado Ik leavje dy.

Jaquenetta Jo sizze it mar.

Armado Dat, farwol!

Jaquenetta No, moai waar dan mar! (*Sûle en Jaquenetta ôf.*)

Armado Do dogeneat, do silst festje foar dyn mispassen earsto ferjeffenis krigest.

Jobbe No, hear, as dat wêze moat, hoopje ik al fan op in folle mage.

Armado Do silst swier straft wurde.

Jobbe Dan haw ik jo mear te tankjen as jo feinten kinne, want dy krije mar in bytsje.

Armado Nim dizze skelm mei; slút him op.

Mot Kom, do skandlike oertrêder, fuort!

Jobbe O hear, lit my dochs net yn it hûnehok set wurde, loswei wol ik ek wol festje.

Mot Nee, nee, hearskip, yn 'e fêste gjin lossens; do moatst ûnder de pannen.

Jobbe No, as ik ea dy fleurige dagen fan it fertuteazjen wersjoch, dan sille somliken –

Mot Wat sille somliken?

Jobbe Nee, neat, hearskip Mot, mar hja sille sjen wat hja sjen sille. Finzenen moatte net sa swijsum yn har wurden wêze, en dêrom sis ik mar leaver neat. Ik tankje God dat ik like ûnspasjintich bin as eltsenien, en dêrom kin ik my deljaan.

(*Mot en Jobbe ôf.*)

Armado Ik oanbid sels de grûn, leech as er is, dêr't har skoech, jitte leger, laat fan har foet dy't alderleechst is, op trêdet. Ik sil myn ied brekke, en dat is in grutte oantsjutting fan ûntrou, as ik leavje; en hoe kin it wiere leafde wêze dy't

mei ûntrou fan ein set? Leafde is in ynbliezer; leafde is in wrigge; der is gjin tsjoede ingel as de leafde. En dochts waard Simson dêrtroch ferlaat, en hy hie treflike krêft; en dochts waard Salomo sa oerwûn, en dy hie in skoander ferstân. Cupido's kriichspylk wie Hercules syn kneppel oermânsk, en dêrom is in Spanjoal syn swurd der lang gjin partoer foar. Foarste en oarde grûn ta twakamp berik ik neat mei; de passado<sup>4</sup> telt er net, de wet fan it duel achtet er net; syn skande is dat elts him fan boi neamt, mar syn rom is manlju te oerwinnen. Farwol, o moed! Roastje, rapier! Swij, tromme! Want jim hearsker is fereale, ja, hy leavet. Lit in god dy't oanienwei tarime kin, my bystean, want ik bin der wis fan, it sil sonnetten reine. Fyn út, geast, rym, o pinne, want dit rint út op boekdielen yn folio!

*(Of.)*

## BEDRIUW II

*(Itselde. Op komme de Prinsesse fan Frankryk, Rosaline, Maria, Katharina, Boyet, Eallju en oaren fan it gefolch.)*

Boyet Prinsesse, rop no op wat rykst jo siert;  
Beachtsje wa't jins heit de kening stjoert,  
Oan wa't er stjoert, en wat syn boadskip is:  
Josels, sa tige heechset fan de wrâld,  
En ta petear mei ien sa eal, dat hy  
Wat ea in man ta trêft wie, urven hat,  
Navarra's gloarje, en Aquitanië' grûn,  
In keninginne' breidsskat, is yn 't pleit.  
Wês mei jins djoere jeften no sa rynsk  
As de natuer, dy't har dy djoerens joech,  
Doe't hja har oan de fierd're wrâld ûntkearde  
En rynsk har allegearre wijde oan jo.

Prinsesse Myn skientme, freon Boyet, al is hja lyts,  
Is net jins lof ta skildere opsier brek;  
Op 't oardiel fan it each wurdt skientme koft,  
Net neffens keaplju' lege merketaal.  
Ik bin op jins rynsk priizgjen minder grutsk,  
As jo begien binne op it wurd fan wiis,  
Mei't jo myn earme geast sa geastryk loovje.  
Mar no in taak foar dy't ien joech: Boyet,  
Wis witte jo, dat alfernim Geroft

Struit út, Navarra die in ied, der soe  
Yn gjin trij' jier, oan drege stúdzje wijd,  
In frou ea tagong ha ta syn stil hof.  
En dêrom liket it ús needsaak ta,  
Ear't wy troch syn ferbeane poarten gean,  
Te witten wat hy winsket; mei dat doel,  
Betrouwend op jins tigens, wize wy  
Jo as betúftste pleitbesoarger oan;  
Dat sis him. Frankryks keningsdochter, stjoerd  
Foar wicht'ge dingen, dêr't it gâns mei driuwt,  
Fersiket syn genede sels te wurd.  
Doch dat op 't gaust him troch; wyls wachtsje wy  
Syn hege wil as skruten smekers ôf.

Boyot Grutsk op myn taak, reewillich, gean ik no.

Prinsesse Ja, grutskens makket ree, eltsien, ek jo. (*Boyot ôf.*)

Wa, eale hearen, diene d' ied mei him,  
Yn 't stribjen ien mei dizze treft'ge foarst?

le Hear Ien wit ik, Longaville.

Prinsesse Wa ken him hjir?

Maria Ik, eale frouwe; by in brulloftsfeest  
Fan greve Périgord en d' erfdochter  
Fan Falconbridge, yn Normandije fierd,  
Dêr seach ik dizze Longaville; hy gie  
By elts dêr foar in ryk-bejeft'ge man,  
Rju ûnderlein, yn wapenkeunst ferneamd,  
Dy't neat mislearret, as hy ienris wol.  
It iennichst plakje op al syn ealheids gloed'  
(As ealheids gloede fan soks doffer wurdt)  
Is botte wil ferbûn oan skerpe geast,  
Want dy feecht oan, wylst nea syn wil net wol

- Dat ien dy't yn syn macht is, sparre wurdt.
- Prinsesse In spotgeast dan, in bysfeint by gefal?  
 Maria Dy't bêst syn sinnen kenne, tinke it al.
- Prinsesse Ier bloeid, ier wylge dan; sa is sok mal.  
 Wa binne d' oaren?
- Katharina Dumain, in eal jongfeint, fan ryk talint,  
 By elts dy't tigens leavet, dêrom leaf,  
 Dy't macht ta tsjoed hie, mar fan tsjoed net wit,  
 Waans geast ûnkreazens jit oannimlik makke,  
 Waans kreazens leafde wûn sels sûnder geast.  
 Ik seach him ris by hartoch Alençon,  
 En fierste ring by 't goede dat ik seach  
 Is wat ik no hjir neam fan syn fertsjinsten.
- Rosaline Der wie in oar fan dy studinten jit  
 By him, dy kears; ha hja de wierheid sein,  
 Dan hjit er fan Biron; mar fleur'ger man,  
 Safier't de fleur dan by it foechs'me bliuwt,  
 Haw ik gjin oere jit te reden west.  
 Syn eagen leev'rje foar syn geast de stof;  
 Want wêr't hja ek op rêste, in setsje mar,  
 Dat set de geast fuort om yn tûle en noft,  
 Dy't dan de tonge, tinzene útlizzer,  
 Jin oerbringt yn sa'n sierlik-feard'ge taal,  
 Dat skierkerts earen dêrtroch skoaltsjeskûlje,  
 En jonger harkers optein reitsje alhiel,  
 Sa leaflik en sa linich is syn praat.
- Prinsesse Gods hoede, fammen! Allegear fereale,  
 Dat elts har eigene útrist al en siert  
 Mei sokke rike krânsen fan har lof?
- le Hear Dêr komt Boyet.

Prinsesse No, hear, en ús ûntfangst?

Boyet Navarra wist fan jins heech kommen al,  
En stie, mei dy't him folgen yn syn ied,  
Al ree om jo temjitte, leave frouwe,  
Ear't ik der wie. Safolle ha 'k al heard,  
Earder beskikt hy jo in kamp yn 't fjild  
As ien dy't him beleeg'ret yn syn hof,  
As dat er fan syn ied ûntheffing siket  
En yn 't ferlitten hûs jo wolkom hjit.  
Dêr komt Navarra.

*(De frouwen maskerje bar.<sup>5</sup> Op komme de Kening, Longa-  
ville, Dumain, Biron en guon fan it gefolch.)*

Kening Keine prinsesse, wolkom oan it hof fan Navarra.

Prinsesse “Kein,” jou ik jo werom, en “wolkom” haw ik jit net; it  
dak fan dit hof is te heech om jins te wêzen, en in wol-  
kom yn it iepen fjild te leech foar mines.

Kening Jo sille wolkom wêze ek oan myn hof.

Prinsesse Dat wol ik dan, en jerne; bring my dêr.

Kening Mar, frouwe, hear my earst: in ied ha 'k dien –

Prinsesse O, himels frouwe, help him! Brekt er dy?

Kening Nee, mei myn wil net foar in wrâld, o frouwe.

Prinsesse En dochs tebrekt him wil, en neat as wil.

Kening Jins heechheid hat gjin weet fan wat it is –

Prinsesse Stie 't sa mei jo, net-witten, hear, wie wiis,  
Wylst no jins witten op ûnwitnis wiist.  
Gastfrijens ha jo ôfsward, haw ik heard,  
Mar deasûnde is it dan en hâld sa'n ied,  
En dy te brekken, sûnde.  
Ferjou my, al te frij bin 'k, ûnberet;  
De learaar leare, jout my wis gjin foech.

Mar wês sa goed en lêe wat hjirynt stiet,  
 En jou my ring beskje ta myn fersiik.  
 Kening Dat sil ik, frouwe, as dat sa hastich kin.  
 Prinsesse O hear, dat sil wol driuwe; as ik hjir bin,  
 Wa wit, dat wiist faaks foar jins ied mar min.  
 Biron Haw ik net mei jo dûnse yn Brabân, frouwe?  
 Rosaline Haw ik net mei jo dûnse yn Brabân, hear?  
 Biron Ja wis, dat wit ik.  
 Rosaline Hoe ûnnedich dan,  
 Sok freegjen!  
 Biron No, jo rinne hurd fan ein!  
 Rosaline Jins skuld: jins fragen spoarje my sa fûl.  
 Biron Jins geast is hyt, fljocht hurd, kin skielk net mear.  
 Rosaline Yn slyk leit dan syn rider al, myn hear.  
 Biron Hoe let mei 't wêze?  
 Rosaline Sotten, dy ha 't drok!  
 Biron Jins masker alle lok!  
 Rosaline Myn antlit, hope ik sa.  
 Biron 't Mei folle leavers ha!  
 Rosaline Amen, en sûnder jo.  
 Biron Ja, wier? Dan gean ik no.  
 Kening Frouwe, yn syn skriuwen hat jins heit it oer  
 Beteljen fan in hûndert tûzen kroanen,  
 Dat mar de helte is fan de hiele som  
 Dy't heit him foarskeat foar syn oarloffen;  
 Mar stel, dat heit of wy (mar bard is 't nea)  
 Dy somme ûntfongen, iepenstean bliuwt dochts  
 Ien hûndert tûzen kroanen; dêrfoar waard  
 In diel fan Aquitanië yn pân ús jûn,  
 Al woech syn wearde tsjin dat jild net op.

Wol no jins keninklike heit dy helte,  
Dy't hy jit skuldich is, betelje oan ús,  
Dan jouw' wy 't rjocht op Aquitanië oer,  
En bynt ús freonskip mei syn majesteit.  
Mar dat is lang syn doel net, hat it skyn,  
Want no wol hy werombetelle ha  
Ien hûndert tûzen kroanen; gâns wat oars  
As nei 't beteljen fan dy somme sels,  
Syn rjocht op Aquitanië werom te hawwen,  
Dat wy him jerne ôfstienen, om't foar ús  
It jild, him fan myn heit liend, swierder weacht  
As Aquitanië, besnien as 't is.

Prinsesse, wie syn freegjen net sa slim  
Yn striid mei 't reedlike, jins leaflik sels  
Beweegde ús hert faaks mear as reedlik wie,  
Dat jo befreed'ge nei jins lân ta teagen.

Prinsesse Myn heit de kening komme jo tenei,  
En slim jins eigen namme en rom ek, hear,  
Untstride jo d' ûntfangst, as 't skyn hat no,  
Fan wat yn goede trou betelle waard.

Kening Wier, frouwe, soks haw ik jit nea fan heard;  
Bewiis 't my, en ik jou 't jim wer of stean  
Jim Aquitanië ôf.

Prinsesse Dat hâldt dan, hear.  
Lis de bewiisstikken foar dat bedrach  
Hjir oer, Boyet, lyk folmachten dy joegen  
Foar syn heit Karel.

Kening Tige, lit dy sjen.

Boyet As 't haget, hear, wy ha 't pakket jit net  
Mei dy en fierdere akten datoangeande;

- Moarn kinne wy grif ynsjoch dêrfan jaan.
- Kening Dat kar ik goed; ik sil by dat petear  
 Yn eltse reedlike eask my jerne foegje.  
 Nim wilens, frouwe, elts wolkom fan my oan,  
 Dat eare, sûnder brek fan eare altyd,  
 Jins steat en hege wearde biede kin;  
 Net troch myn poarten meie jo, prinsesse,  
 Mar bûten, hjir, sil jins ûntfangst sa wêze,  
 Dat jo ferstean, jins wente is yn myn hert,  
 Al is in honk jo yn myn hûs ûntsein.  
 Untskuld'gje my yn freonskip no, farwol;  
 Moarn, is ús doel, besykje wy jo wer.
- Prinsesse Sûnens en heil, wêr't jins genede ek giet!
- Kening Net minder jo, en sij jo 't libben swiet!
- (De Kening en syn gefolch ôf.)*
- Biron Frouwe, ik wol jo dochts by myn herte oanbefelje.
- Rosaline Beleaven, doch dêr myn groetenissen by; ik woe it hiel  
 wol ris sjen.
- Biron Ik woe, jo hearden it kjirmjen.
- Rosaline Hat de stumper sa'n lêst?
- Biron 't Earm herte is siik.
- Rosaline In lytse ierlitting dan?
- Biron En wurdt it dan de man?
- Rosaline Wis, nim dy wei foar kar.
- Biron Prik mei jins each dan mar.
- Rosaline Dat net: it mêt moat no.
- Biron God hoedzje it libben jo!
- Rosaline En jins foar lange jierren!
- Biron Dan mar myn tank fan fierren. *(Lûkt him tebek.)*
- Dumain Beleaven, hear, dy dêr, waans eagen skine?

Boyet Dy erft fan Alençon, en hjit fan Katharine.  
 Dumain In skoander faam. Myn tank, monsieur, farwol.  
 Longaville Hear, as it mei, in wurd. Dy yn dat wite klaad?  
 Boyet In frouminske faaks, hear, as hja yn 't ljocht sjoen waard.  
 Longaville En licht dan licht. Har namme woe 'k wol ha.  
 Boyet Hja hat mar ien; begeare jo dy sa?  
 Longaville Waans dochter is hja, sei?  
 Boyet Har memmes, giet it wurd.  
 Longaville Hear, God jou jo in burd!<sup>6</sup>  
 Boyet Ei hear, sa grimich net!  
 Har heit is Falconbridge.  
 Longaville Tank hear, myn grime stjert.  
 O, wat in faam, in wûnder!  
 Boyet Faaks al, faaks net bysûnder. *(Longaville ôf.)*  
 Biron Hoe hjit hja, mei dy hoed?  
 Boyet Hear, Rosaline oant hjoed.  
 Biron En is hja boaske of net?  
 Boyet O, sels stelt hja de wet.  
 Biron Wês wolkom, hear; adieu no.  
 Boyet Farwol foar my, hear; wolkom jo. *(Biron ôf.)*  
 Maria Dy lêste is Biron, de bysfeint; syn praat flitst as in swurd.  
 Elts wurd by him is in grap.  
 Boyet En eltse grap mar in wurd.  
 Prinsesse Goed hat dat west, Boyet, en nim him by syn wurd.  
 Boyet Ik int're him, mar hy woe oan board, like hurd.  
 Maria Twa hite skiep, sawier!  
 Boyet Wêrom gjin skippen, lea?  
 Gjûn skiep, swiet laam, gunt jins mûle ús net in pea.  
 Maria Jo skiep, ik de weide, is dêrmei it grapke út?  
 Boyet As ik weidzje mei by jo.

Maria Ei nee, leaf bist, gjin tút;  
 Myn lippen bin gjin mienskar, al binne hja fan mear.  
 Boyet Wa hearre hja dan ta?  
 Oan myn lot en my, hear.  
 Prinsesse Geast hottefilet jerne; mar, freonen, dêrop 't near;  
 Gâns better diene jim Navarra en syn bûn  
 Fan learden de kriich oan; der wurdt hjir neat bespûn.  
 Boyet As myn opnimstigens, dy't my net faak mislaat,  
 Wat djip it herte sprekt, yn eagen ûnderskaat,  
 En goed ret ek dizz' kear, dan rêdt Navarra 't net.  
 Prinsesse Sa siik, oan wat?  
 Boyet Oan wat wy leavers neame, trillingen fan 't hert.  
 Prinsesse Wat seit jo dat?  
 Boyet Ei, al syn wêzen en dwaan joech him mei gauwens nei  
 Syn eag'ne hof, en kipe dêr langjend wei;  
 Syn hert', as in agaas, 7 dêr't jins byld yn útsnien wie,  
 Fol grutskens, printe yn 't each wat him sa optein hie.  
 Syn tonge, dy't perfoarst hurd prate woe, net sjen,  
 Stroff'le fan hastigens, yn 't skôgjen hast ferlern;  
 Ja, al syn sinnen strûsden fol hast it sjoene ta,  
 Om dat aldermoaiste te fielen, as woe elts dêr 't each op  
 ha;  
 Allegear, tocht my sa, wiene finzenen dêryn:  
 As juwielen yn kristal, foar prinsen troaikjende skyn,  
 Yn skientme pronkjend, wylst it glês har klear omsleat,  
 Noegen hja jin te keapjen, dat men waard suver keard.  
 Yn syn antlits rânskrift wie syn bewûnd'ring neamd,  
 Elts seach, syn eagen liken betsjoad, fan gloede  
 oerstreamd;  
 Aquitanië koe 'k jo jaan en alles wat hy hat,

As hy dan, op myn rie, fan jo in patsje bart.

Prinsesse Kom, nei ús tinte no, Boyet gekjaget ta.

Boyet Ik sis yn wurden mar wat syn eagen út're ha,  
Ik ha fan syn each in mûle makke, oars net,  
Troch in tonge derta te dwaan, dy't de wierheid net  
ferset.

Rosaline Do bist in âlde kepp'ler, altyd op 't wurd beret.

Maria Hy is Cupido's pake en kriget de nijtsjes fan him.

Rosaline Dan beliket Venus har mem; har heit is heislik, slim.

Boyet Hearre jim, wylde fammen?

Maria Nee.

Boyet Sjen, is dat ek sa'n toer?

Rosaline Wy sjogge: de wei om fuort.

Boyet Jim kinne fier my oer.

*(Allegear ôf.)*

### BEDRIUW III

TOANIEL I

*(Itselde. Op komme Armado en Mot.)*

Armado Kom, boike, kweelje; dat it sintúch fan myn hearren útskroeven rekket.

Mot (Sjongende.) Concolinel –

Armado Hearlik wyske! – Gean, do teare fan jierren; nim dizze kaai; jou dy pringel ûntslettenheid, bring him kursoarysk hjirhinne, ik moat him te wurk stelle foar in brief oan myn leafste.

Mot Master, wolle jo jins leafste winne mei in Frânsk trelit?

Armado Wat miensto? Mei rûzje yn it Frânsk?

Mot Nee, alfolmakke master; mar lit der in wyske hippentripkje fan jins tongetipke, lit jins kûten dêrby flikkerje, foegje jo dêrnei troch jins eachslidden op te tillen, suchtsje in noat en sjong in noat, no ris troch de strôt, oft jo yn jins leafdesankje de leafde trochswolgen, dan wer troch de noas, oft jo by it rûken nei leafde dy opsnúfden; hâld jins hoed as in stoephûs oer de winkelkast fan jins eagen, jins earms krúst oer jins slûkbûkich wammes as in knyn oan it spit, jins hannen yn 'e bûse as in man op in âlderwetsk skilderij, en far net te lang op deselde wize fuort, mar hapsnap en wat oars. Dat giet foar eale foarming, foar fine geast,

soks fertokket mûtele fammen, dy't oars wol fan wat oars fertokke waarden, en makket manlju opmerklik (jo merke my dochs ek op?) dy't har tige op soks útlizze.

Armado Hoe hasto dy dy ûnderfining oanret?

Mot Foar myn stuorke opnimstigen.

Armado Mar o, – mar o, –

Mot “Wêr is it hobbelynder?”<sup>8</sup>

Armado Neamsto myn leafste in hobbelynder?

Mot Nee, hear, want it hobbelynder is in foalle, en jins leafste faaks in âld goarre. Mar is it jo dan fergetten wêr't jins leafste is?

Armado Hast al, leau 'k.

Mot Sa'n sleau studint! Lear dochs har kennen mei jins hert!

Armado Mei myn hert en yn myn hert, boi.

Mot En dan jit út jins hert, hear; al dy trije dingen sil ik bewize.

Armado Hoe bewize?

Mot As in man, by libben en wolwêzen; en dit mei yn en út, op slach en sprong; mei it hert leavje jo har om't it sûnder hert net giet; yn jo hert leavje jo har, om't dêr jins ferealens yn huzet; en út it hert, om't it sa leech fielt salang't hja jowes net is.

Armado Ja, sa bin ik al dy trije dingen.

Mot En wol trijeris dy trije; en alles meiinoar, neat.

Armado Helje dy tsjirl dochs hjir; hy moat in brief foar my besoargje.

Mot Dat strykt net sa min meiinoar: in guds seinboade wurde foar in ezel.

Armado Ha, ha, wat seist dêr?

Mot Och, hear, dan moatte jo it ezel stjoere op in guds, oars eint er neat.

- Armado It is mar in lyts eintsje; fuort!
- Mot Sa hurd as lead, master.
- Armado Wat woesto sizze, leave fernimsteling? Is lead gjin swier metaal, stadich, sleau?
- Mot Minime,<sup>9</sup> earsume master; of, better sein, master: nee.
- Armado Ik sis, lead is sleau.
- Mot Hear, no bin jo te ree.  
Lead sleau, as 't sketten wurdt út in kanon?
- Armado O swiete rede' reek! My neamt er in kanon? De kûgel, dat is dan hy;  
Ik sjit dy fuort, nei Jobbe.
- Mot Boem dan! Ik fljoch foarby.  
(*Of.*)
- Armado Sa'n leaf, fernimstich fintsje, fan lea en geast sa skoan.  
Ferjou, o eal útspanzel, ik bloes dy suchtsjend oan. –  
Melancholy, ûnhoaske, myn moed hast wer ferdoarn. –  
Dêr myn heraut al wer?  
(*Mot komt wer op, mei Jobbe.*)
- Mot In wûnder, in wûnder! In jop mei in stikken skine!
- Armado In enigma, in riedling grif! Lit it envoai<sup>10</sup> ús fine!
- Jobbe Gjin egma, gjin riedsel, gjin envoai, gjin salve kin hjir helpe,  
hear; o hear, weibersblêd, sljocht weibersblêd; gjin envoai,  
hear, gjin envoai, en gjin salve, hear, mar weibersblêd!
- Armado By myn tigens, do twingst my ta laitsjen; dyn ûnno-  
azelens kidelet myn milt; de rizing fan myn longen  
needsaket my ta in bespotlik glimke. O myn stjerren,  
ferjou my! Nimt dizze neat-trochtinkende salve foar it  
envoai, en it wurd envoai foar in salve?
- Mot Dogge wize lju dat dan net? Is envoai dan wier net in  
soarte salve?



- Mot Dat sil ik jo mei fielen dúdlik meitsje.
- Jobbe Dêr hasto gjin fieling foar, Mot; dat envoai wol ik sprekke:  
Ik, Jobbe, feilich yn 't hok, rûn derút, sa hurd as wat,  
En foel doe oer de drompel en yn myn skine in gat.
- Armado Reedzje wy oer dizze matearje net fierder.
- Jobbe Nee, matearje moat der mar net út komme.
- Armado Hearskip Jobbe, ik wol in frijman fan dy meitsje.
- Jobbe O hearink, dêr komt grif in frijfaam oan te pas; ik ha dat  
envoai, dy goes, al yn de noas.
- Armado By myn leave siele, ik bedoel dy "liber" meitsje, dy befrij-  
domje; want do wiest bemuorre, berongen, besletten, bûn.
- Jobbe Ja wier, en no wolle jo foar myn suvering riede en my  
loslitte?
- Armado Ik jou dy dyn frijheid, ûntset dy út 'e finzenis, en ynstee  
dêrfan, lis ik dy neat oars op as dit – (Him in brief  
oerjaande.) bring dit heech-wichtige skriuwen oan de  
lânfaam Jaquetta. (Him *jild jaande*.) Dêr is in remune-  
raasje; want myn eare' sterkste beskerming is it leanjen  
fan myn ôfhinkliken. – Folgje, Mot. *(Of.)*
- Mot Ja, ik bin it ferfolchstik. Hear Jobbe, heil jins lot!
- Jobbe Swiet ûnske manljus-flesk, leaf Joadsje, lytse skat!  
*(Mot ôf.)*
- No moat ik syn remuneraasje ris besjen. Remuneraasje! O,  
dat is Latynsk foar seis duiten; seis duiten: remuneraasje.  
– "Hoefolle kostet dat lint?" – "In stoer". – "Nee, ik ha der  
in remuneraasje foar oer;" no, hy kriget it dêrfoar. – Remu-  
neraasje! Ommers in folle moaier namme as Frânske  
kroan! Ik wol tenei altyd mei dat wurd keapje en ferkeapje.  
*(Op komt Biron.)*
- Biron O, bêste skelm Jobbe, dat treft dan alderseldsumst.

- Jobbe O hear, sis my ris hoefolle rôze lint kin men keapje foar  
in remuneraasje?
- Biron Wat is in remuneraasje?
- Jobbe No, hear, seis duiten.
- Biron O just, no dan wurdt it, in stoer min twa duiten side.
- Jobbe Tige betanke, jins ealens; Gods seine.
- Biron Ei bliuw, feint, ik ha wat foar dy te dwaan;  
Wolst in wyt fuotsje by my ha, goe-maat,  
Geriif my dan yn wat ik freegje sil.
- Jobbe Hoenear moat dat wêze, hear?
- Biron O, fan 'e middei.
- Jobbe Bêst, hear, ik sil it dwaan. Farwol, hear.
- Biron Mar do witst net ienris wat it is.
- Jobbe Dat fernim ik wol as ik it dien ha, hear.
- Biron Ei rekel, dat moatsto earst witte.
- Jobbe Moarnier kom ik dan wol by jins ealens oan.
- Biron Temiddei moat it barre. Hark ris, feint,  
Dit is 't, oars neat:  
Hjir jaget de prinsesse dan yn 't park,  
En by har selskip is in leave frouwe;  
As tongen leaflik prate, wurdt hja neamd,  
Want Rosaline hjit hja. Freegje om har;  
Betrou har wite hân dit siig'le tinken  
Temûk dan ta. Hjir in donaasje; gean.
- Jobbe Donaasje, – o treflike donaasje, better as in remuneraasje, alve stoeren en twa duiten better, bêste skoandere donaasje! – Dat komt yn 'e es, hear, oft it printe stie.  
Remuneraasje – donaasje!
- Biron Fereale, wrychtich! Ik, dy't leafde swypke,  
Dy't hûnegysler ta har suchten wie,

Lekskoaier, noartske nachtpolysje-wacht,  
 In wrede skoalleskrik foar dat tear bern,  
 Dom-grutsk en wers as der gjin minske wie!  
 Sa'n pizich, steksjoch, blyndoeke, dwers pjut,  
 Dy dwerch-reus, dy âld-jonge Don Cupido,  
 Kening oer rymkes-spul, hear fan krúste earms,  
 As hearsker salve oer kliemen en gestin,  
 Grutfoarst fan omstippers en stúnjend folk,  
 Dy grutte rokke-prins en gulpe-hartoch,  
 Iene albewâlder, grutte fjildhear do  
 Fan hast'ge doarwarders – Wee, myn lyts hert! –  
 En ik no stêf-ofsier by him te fjilde,  
 Syn findel tillend as in gûchlersdoek;  
 Ik, leavje, stykje, in wiif my sykje no?  
 In wiif, sa'n ding lyk as in Dútske klok,  
 Hieltyd yn reparaasje, aloan út stel,  
 Dat nea goed giet lyk as in oerwurk past,  
 Mar dêr't op past moat, dat it goed gean mei!  
 En dan foar soks falsk swarre, alderheislikst,  
 En fan dy trije leavje d' alderminste,  
 Sa'n wyt licht ding mei brauwen fan ferwiël,  
 Mei twa pikballen yn har troanje as eagen,  
 En, wrychtich wier, ien dy't it stik bestiet,  
 Oft Argus<sup>11</sup> har eunúch, har wachtman wie;  
 En ik om sa'n ien suchtsje, weitsje om har,  
 Ja, bidde om har! Hawar, it is in pleach  
 Dy't my Cupido stjoert foar myn ferachtsjen  
 Fan syn almacht'ge, hearz'ge pjuttemacht.  
 Goed, leavje, suchtsje, kjirmje, bidde dan;  
 Grevinne of Gryt, elts moat dochs oan de man.     *(Of.)*

## BEDRIUW IV

### TOANIEL I

*(In oar diel fan itselde. – Op komme de Prinsesse, Rosaline, Maria, Katharina, Boyet, Eallju, Tsjinders en in Boskwachter.)*

Prinsesse Wie dat de kening, dy't syn hynder sa  
Opsporre by dy steile skeante op, niis?

Boyet Ik wit it net, mar nee, ik tink fan net.

Prinsesse Wa't hy ek wie, oan stigen hie er nocht. –  
Hjoed, hearen, krije wy ús andert mei,  
En sneon giet it werom, nei Frankryk ta. –  
Dan, freon boskwachter, sei, wêr is 't strewel,  
Dêr't wy ús rol fan moardners spylje moatte?<sup>12</sup>

In boskwachter

Dêr, by de seame fan dat boskje jinsen,  
Op dat stee, tinkt my, sjit it siker moaist.

Prinsesse Myn skientme seit it, ik dy't sjit bin moai,  
Mar no neamsto de moaiste my dy't sjit.

In boskwachter

Ferjou my, frouwe, mar dat miende ik net.

Prinsesse Wat no? Myn rom sa ringen gien? O smert!  
Net moai mear? Earme grutskens, dy't sa stjert!

In boskwachter

Al moai, o frouwe.

Prinsesse O, nee, gjin opsier, man;  
As 't moaie gie, wat helpt sok priizgjen dan?  
Mar kleare spegel, dit foar dyn wier wurd;  
(*Se jout him jild*)  
Goed lean foar tsjoede tynge is wis net hurd.

In boskwachter

Mar wat ea moai west hat, waard jo ta winste.

Prinsesse Hoe no, myn skientme rêde troch fertsjinste,  
Troch dwaan? Ek dêryn al tiids ketterij?<sup>13</sup>  
In smoarge hân wurdt sa, troch jaan, as nij.  
De bôge hjir! Mar as de myldens jaget,  
Hoe't men goed sjitten dan foar min ferklaget!  
Mar sa, by 't sjitten, bliuw ik frij fan smet:  
Wûnje ik gjin wyld, dan woe de myldens 't net;  
Mar al, dan joech ik fan myn keunst bewiis,  
Om't lof my dreau; gjin bloed, dêr't ik fan griis.  
Sa, sûnder mis, giet it ús ek yn 't moed:  
Rom trunet faak jin oan ta grousum tsjoed,  
Om't wy, om rom, om eare, in wiffe skyn,  
Ferkearde langsten noegje 't herte yn,  
Lyk ik, om lof, no bloed ferjit mei sin,  
Fan sok earm dier, dêr't ik oars wiis mei bin.

Boyet Is 't ek gjin rom, dy't boaze fekken driuwt  
Ta tirannije, dat gjin doel har bliuwt  
As hearskjen oer har hear?

Prinsesse Wis, neat as rom; en rom komt, tinkt men, ta  
Oan froulju, dy't har man yn 't helter ha.

Boyet Hjir komt in lid fan it grut mienebêst.  
(*Op komt Jobbe.*)

Jobbe God-jom-gjûn allegearre. Mei ik freegje, wa is hjir it

frouljushaad?

Prinsesse Do kinst har hjiroan fine, maat, dat de oaren dêr dan sûnder binne.

Jobbe Wa is de grutste frouwe, de heechste?

Prinsesse Dy't groust en langst is.

Jobbe Dy't groust en langst is; dat is sa, wier is wier.

Wie jins mil, juffer, like klien as myn ferstân,

Dan wie sa'n famkes-riem foar jo in moaie millebân.

Bin jo net it haadfroumins? De grouste bin jo al.

Prinsesse Wat wolsto hjir, hearskip, wat wolsto?

Jobbe Ik ha in brief fan Monsieur Biron oan in Juffer Rosaline.

Prinsesse Dat brief, dat brief, jou 't hjir! Dy freon sil ik wol fine.

Wat fansiden, freon bringer. Boyet, do snijst goed foar,

Iepenje dit kapoentsje.

Boyet Ik tsjinje by in oar. —

Dit brief is hjir net thús, is foar net ien hjir skreaun;

It is foar Jaquenetta.

Prinsesse Beleaven lêze, freon!

Brek dat waaks mar de nekke; elts, harkje, d' earen gleon!

Boyet (*Lêzende.*) "By de himel, datsto prûs bist, is yn wierheid ûnfeilber; en wier is, datsto skien bist; en de wierheid sels, datsto leaflik bist. Do, prûzer as prûs, skjinder as skjinn, wierder as de wierheid sels, mei it dy oandearre om dyn heldhaftige lienfoarst! De machtichmoedige en heech romrofte kening Cophetua liet it each falle op de ferdjerlike en ûntwivelbere biddelfaam Zenelophon; en hy wie it dy't yn wierheid sizze mocht *v e n i, v i d i, v i c i*, dat, as men it ûntliddet yn it plat (O ferachtlik en tsjuster plat!), betsjut, *v i d e l i c e t*: hy kaam, seach en oerwûn; hy kaam, ien; seach, twa; oerwûn, trije. Wa kaam? De kening; wêrom

kaam hy? Om te sjen; wêrom seach hy? Om te oerwinnen; by wa kaam hy? By de biddelfaam; wat seach hy? De biddelfaam; wa oerwûn hy? De biddelfaam. It beslút is oerwinning; oan waans kant? De kening sines; de katastrofe is in houlik; oan waans kant? De kening sines; nee, oan beide yn ienen, of oan ien yn beide. Ik bin de kening; want sa komt de ferliking út; do de biddelfaam; want soks betsjûget dyn leaflikens. Sil ik dy leavjen hjitte? Dat kin ik; soe ik dy ta leavjen twinge? Dat koe ik; sil ik dy om leafde ljuentsje? Dat sil ik. Wat silsto oanwikselje foar dyn fodden? Jûpen; foar bleatens? Gruttens; foar dysels? My. Sa, dyn beskie ferwachtsjend, profanearje ik myn lippen op dyn fiet, myn eagen op dyn byld, en myn hert op elts diel fan dyn wêzen.

Dines, yn de tawijde yndustrije fan syn begearen,  
 Don Adriano de Armado.”

“Sa hearst Nemea’s liuw ûnhjirmlik âljen  
 Tsjin dy, earm laam, dat him ferfoel ta bút;  
 Sjoch ta, bring net syn prinslik bloed oan ’t wâljen,  
 Fal him te foet, en lokje myldens út;  
 Mar sribbest tsjin, dan wurdt hy fêst dyn boal,  
 Do him ta fied, ta tarkost yn syn hoal.”

Prinsesse Wat nuver fearrebosk stalde dat skriuwen gear?  
 Wat waarhoanne, wat wynpylk? Soks heart men mar ien  
 kear.

Boyet Dy styl ha ’k earder heard, is myn ûnthâld net kwels.

Prinsesse Oars wie it al striemin, want jo liezen it niis sels.

Boyet Dy Armado is in Spanjoal, dy’t hjir oan ’t hof ferkeart,  
 In fantast, in Monarcho,<sup>14</sup> om syn bearen en hege steat  
 Ta fermeits fan de foarst en syn maten.

Prinsesse Maat, sei, mar ien ding mear:

Wa joech dat brief dy oer?

Jobbe Dat sei ik al, myn hear.

Prinsesse Oan wa moasto it jaan?

Jobbe Fan myn hear oan in juffer, ja.

Prinsesse Hokker hear dan, oan hokker juffer?

Jobbe Fan myn hear Biron, ik kin it skoan mei him fine,  
Oan in juffer út Frankryk, en hja hjit fan Rosaline.

Prinsesse Do hast dy fersind mei 't brief. – Kom, hearen, no hjirwei.  
(*Tsjin Rosaline*)

Hâld dy mar by dy, leave; dines komt grif dêrmei.

(*De Prinsesse mei har gefolch ôf.*)

Boyet Wa skeat dy pylk ôf, wa?

Rosaline Moat ik jo dat neame?

Boyet Wis, gearfetting fan skientme.

Rosaline Dy't de bôge fiert, soe 'k dreame.

Moai rekke, wier?

Boyet Myn frouwe jage op hoarnfee; mar boaskje jo, sawier,  
Hingje my dan, of der komt in hoarnbist by, dat jier.  
Moai rekke, wier?

Rosaline Ja, moai, mar ik skeat sels.

Boyet En wêr is dan jo hart?

Rosaline Oan de hoarnen te sjen, bin jo it. Fuort, of jo dei is koart!  
Moai rekke, wier?

Maria Jo stride mei har, Boyet, mar jins foarholle rekket hja wis.

Boyet Mar hja is leger te reitsjen; rekke is dat, sûnder mis.

Rosaline Sil ik no ris op dy delkomme mei in âld sizzen, dat al  
man wie doe't Kening Pepyn fan Frankryk jit in beuker  
wie, ien dat dat reitsjen rekket?

Boyet As ik dan anderje mei mei in like âld, dat frouminske wie  
doe't Keninginne Geniveara fan Brittanje in famke wie,

dat ek it reitsjen rekket.<sup>15</sup>

Rosaline Do kinst it net reitsje, net reitsje, net reitsje,

Do kinst it net reitsje, goede man.

Boyot En soe ik net kinne, net kinne, net kinne,

In oarenien better, tink ik dan.

*(Rosaline en Katbarina ôf.)*

Jobbe No, aardich, sikersonk; wat joegen hja inoar stekken!

Maria In kostlik besketten wyt, dat beide treflik rekken.

Boyot Ja, it wyt! Dat moat men wite! Wyt, lyk de juffer sei!

Mar in prikke moat deryn, dêr mjit men better mei.

Maria Nee, dat is te fier fan de bôgehân; jo binne bûten, hear.

Jobbe Ja, hy moat neier sjitte, want oars komt it net klear.

Boyot As ik sa bûten bin, dan reitsje jo faaks yn.

Jobbe Dan sjit hja grif it tûkst, de hiele prikke fyn.

Maria Hei wat, no praatsto smoarch, dyn lippen wurde fet.

Jobbe Mei prikken kin hja jo oer, hear; kies kegels foar in set.

Boyot Dat joech tefolle wriuwing; nacht, ûltsje, it wurdt let.

*(Boyot en Maria ôf.)*

Jobbe By myn siel', sa'n omkoal! Sa'n sljochtmis, suver stien!

Seldsum, lyk as de juffers en ik de baas him wien'!

O leave sei, dy grappen, sa'n platte, kostlike geast!

It rint der samar út, moai skean, en elts wol treast!

Armado oan dizz' kant, sa'n fyn-beslipe man,

O, lyk er in froumins foargiet, en har waaier draacht er

dan,

En swiet syn hân dan pattet, en swiet syn flokken seit!

En Mot, syn lytse paazje, dat hânfol geastichheid,

O himeltsje, in poarre, mar dy't oan 't hert jin leit!

*(Roppen fan efteren.)* Ja, heila! Heila!

*(Of, hurd rinnend.)*

(*Itselde. Op komme Holofernes, Hear Nathaniël en Sûle.*)

Nathaniël Sikersonk, dat wie in seldsum earweardige jacht, en hâlden neffens it tsjûgenis fan in goed gewisse.

Holofernes It hart wie, lyk as jo witte, *sanguis*, yn 'e fleur; ryp as in soppige prins-apel, dy't it iene amerij as in juwiel hinget yn it ear fan *caelo*, de loft, it firmamint, de himel; en dalik, like goed as ien dy't yn it wyld opgroeid is, falt op it antlit fan *terra*, de boaiem, it lân, de ierde.

Nathaniël Sikerwier, master Holofernes, in leaflike fariaasje fan beneamingen, lyk as in learde wol foeget; mar hjir stean ik jo foar yn, hear, it wie in fiwinter, in harteboek fan it foarste haad.

Holofernes Hear Nathaniël, *haud credo*.<sup>16</sup>

Sûle It wie gjin *haud credo*; it wie in twinter, in prikker.

Holofernes Seldsum barbaarske yntimaasje! En dochs in soarte fan ynsinuaasje, as wie it, *in via*, by wize, fan eksplikaasje; *facere*, sa sein, om te meitsjen in replikaasje, of leaver, *ostentare*, om te toanen koe men sizze, syn inkлинаasje, op syn ûnbeskaafde, ûnbeslipe, ûnbesnoeide, ûnoefene, of, bêst sein jit, ûnkonfirmearre wizânsje, en foar in hart te reklamearjen tsjin myn *haud credo*.

Sûle Ik sei, it hart wie gjin *haud credo*, it wie in prikker.

Holofernes Twaris seane ûnnoazelens, *bis coctus*! O do meunster Unwittendheid, wat wanstaltich likesto!

Nathaniël Hear, hy hat nea preaun fan de hearlike hapkes, dy't jin yn in boek foarset wurde; hy hat, sa sein, nea gjin pom-pier iten; hy hat gjin inket dronken; syn earm yntellekt is

nea byfuorre; hy is allinne mar animaal, hat allinne mar  
fielen yn syn rouwere dielen;

Want sokke earmtlike planten moatte ús tankber meitsje,  
dat wy,

Lju fan fieling en smaak, gâns riker frucht jouw' as hy;

Want lyk as iid'lens, sottens, ûnfoegens yn my mar min  
stean soe,

Sa wie it leardens ta hún, as hja him yn in skoalle sjen soe;

Mar *omne bene* sis ik, in âldfaar efternei;

Guon kinne goed mei it waar, mar min mei de wyn oer  
'e wei.

Sûle Jim binne boekelju; wa fan jim beiden wit,

Wa't by Kaïns berte in moanne wie, en no gjin fiif wike jit?

Holofernes Dictynne, goe-man Sûle, Dictynne, bêste man.<sup>17</sup>

Sûle Wat is Dikketinna?

Nathaniël In titel fan Phoebe, fan Luna, de Moanne, freon.

Holofernes De moanne wie in moanne, doe't Adam dat ek jit wie,

Mar fiif wike wie hja jit net, doe't Adam al mear as in  
ieu bestie.

De allúzje bliuwt ek by de ferwikseling.

Sûle Dit is siker wier, de kollúzje bliuwt by it ferwikseljen.

Holofernes God mei dyn befitting ferromje! Ik sei, de allúzje bliuwt  
by de ferwikseling.

Sûle En ik sei, de pollúsje bliuwt by de ferwikseling, want de  
moanne bliuwt altyd mar in moanne; en ik sis ek, dat it  
in prikker wie, dat de prinsesse skeat.

Holofernes Hear Nathaniël, flijt it jo in foar de fûst wei dichte  
grêfskrift op 'e dea fan dit hart te hearren? En om dizze  
ignoramus syn sin te jaan, haw ik it hart dat de prinsesse  
skeat, in prikker neamd.

Nathaniël *Perge*,<sup>18</sup> bêste master Holofernes, *perge*; want grif winskje jo alle ûnfoege kluchtigens út te bannen.

Holofernes Ik wol wat wurk meitsje fan it stêfrym, want dat wiist op keunstfeardigens.

“De pûk-prinsesse prieme prûs in prikker, pril en prieljend;

Gjin fjirder faai, as fjouw’ris net him pylk nei pylk trochflieme.

De hûnen bilen; jit in K, dêr strûst in bylker strieljend;

Prikker of bylker,<sup>19</sup> beide kwier, mar lit my koart no krieme;

Soe faaks sa’n hart in L jit ha, sjoch fyftich, fiks en feardich;

En set ik jit in L, sawier, no bin hja hûndert weardich.”

Nathaniël Wûnder, sa’n talint.

Sûle As hy him in lint-ta jout, dan kin er dat wol brûke foar syn strôt.

Holofernes Dat is in jefte dy’t ik no ienris haw, sa mar, seldsume ienfâldich; in nuvere, bûtenwenstige geast, fol foarmen, figueren, stallen, dingen, begripen, ferbyldingen, bewegings, omkearen, en dy wurde allegear wêzene yn ’e breinkeamer fan it ûnthâld, fuorre yn de skerte fan de *pia mater*,<sup>20</sup> en te wrâld brocht as tiid en talis derneffens binne. Mar it is in goed soarte jefte by har yn wa’t it akút is, en ik bin dêr tankber foar.

Nathaniël Hear, ik priizgje de Hear foar jo, en dat meie myn parochianen ek wol, want har soannen wurde fan jo tige belearde, en har dochters bedije tige troch jo; jo binne in treflik lid fan it mienebêst.

Holofernes *Mebercle*,<sup>21</sup> as har soannen fernimstich binne, sille hja gjin learing te koart komme; as har dochters wat befetsje

kinne, ried ik wol foar de ynhâld; mar *vir sapit qui pauca loquitur*.<sup>22</sup> Hjir groetet ús in froulike siele.

(*Op komme Jaquenetta en Jobbe.*)

Jaquenetta God mei jo in goede moarn jaan, hear Harder!

Holofernes Hear Harder – quasi ha dêr! Wat ha, en wa is de skinker?

Jobbe Ei, hear Skoalmaster, hy, dy't meast liket op in oksekop.

Holofernes Skinke út in oksekop! Net sa'n minne blink fan geast yn in gersseadde; fjoer genôch foar in flint, pearle genôch foar in baarch; aardich, hear; yn oarder.

Jaquenetta Leave hear Harder, wolle jo dit brief foar my lêze? It is my fan Jobbe jûn, en Don Armado hat it my stjoerd; ik bid jo, lêst it foar my.

Holofernes "*Fauste, precor gelida quando pecus omne sub umbra ruminat,*" – ensafuorthinne. O goede âlde Mantuaan!<sup>23</sup> Ik mei fan dy wol sizze lyk as de reizger oer Venetië:

*"Venegia, Venegia,*

*Chi non te vede, ei non te pregia."*

Alde Mantuaan, âlde Mantuaan! Dy't dy net begrypt, leavet dy net. –

*Ut, re, sol, la, mi, fâ.* – Mei jins wolnimmen, hear, hoe is de ynhâld of leaver, lyk as Horatius seit yn syn – Hoe no, myn siele, fersen?

Nathaniël Ja, hear, en ek tige learde.

Holofernes Lit my in strofe, in stanza, in fers hearre; lege, *domine*.

Nathaniël "As leafde trou tebrekt, hoe kin ik leafde swarre?

Mar o, gjin ied hâldt stân, as ien, oan skientme dien;

Al briek ik faaks myn wurd, dy wierheid bliuwt bewarre;  
Foar dy bûcht as wat reid, wat foar my iken wien'.

Wat oars winkt stúdzje ta, gjin byld no, mar dyn eagen,  
Dêr't al wat keunst befient as rykst geniet yn leit;

Is witnis libbens wyt, by dy is waan noch leagen;  
 Dy tonge is wûnder-leard, dy't ús dyn wearde seit.  
 Gjûn geast, gjûn wit hat dy't dy ûnferwûnd're skôget,  
 Dat pleitsje mei foar my, dat ik sa heech dy set;  
 Dyn lûd is tonger, wylst dyn each fan wjerljocht lôget,  
 Mar, sûnder grym, muzyk, en hearlik fjoer ta 't hert.  
 O godlik wûnder, stean myn leafde it priizgjen ta,  
 Al earet myn ierdske lûd dyn himelske ealens sa!"

Holofernes Jo fine de apostrofe's net en misse dêrtroch it goede aksint; jou my it canzonet ris ta supervizy. Hjir is allinne mar tocht om de mjitte; mar, op it stik fan elegânsje, fan linichheid, fan gouden kadâns – *caret*. Ovidius Naso, dat wie de man; en yndied, wêrom soe men him neamd ha fan Naso, as om syn fine noas foar de swietrokige blommen fan de ferbylding, de setten fan de skepping?

*Imitari* is neat, dat docht de hûn syn master, de aap syn noeder, it yneine hynder syn berider. – Mar, o jongfamige *damosella*, wie dit foar jo ornearre?

Jaquenetta Ja, hear, en fan in Monsieur Biron, ien fan de hearen fan de frjemde keninginne.

Holofernes Ik wol it *superscriptum* ris bekykje: – “oan de sniewite hân fan de aldersierlikste Frouwe Rosaline”. Jitris wol ik it yntellekt fan dit brief ûndersykje, foar de beneaming fan de skriuwendende partij oan de beskreaune persoan: – “Jins frouwe' tsjinder, yn alles wat jo winskje, Biron.” – Hear Nathaniël, dizze Biron is ien fan de meiswarders fan de kening; en hjir hat er in brief gearstald oan in folchster fan de frjemde keninginne, dat tafallich, op 'e wei fan syn ferfoarderding, yn ferkearde hannen belâne is. – Tripkje mar fierder, leafke, besoargje dit stik yn de foarstlike hân

fan de kening; it kin tige wichtich wêze. Toevje hjir mar net om dyn komplemint te meitsjen; dy plicht stel ik dy frij fan; farwol!

Jaquenetta Kom mei, Jobbe. – Hear, God hoedzje jins libben!

Jobbe Ik gean mei, fanke.

(*Jobbe en Jaquenetta ôf.*)

Nathaniël Hear, dit ha jo dien yn de freze Gods, as in wier kristen; en lyk as in heit ris sein hat –

Holofernes O hear, praat my net fan de heit; sa'n oannimlike skyn, dy eangje ik.

Mar om op dy fersen werom te kommen; hagen dy jo, hear Nathaniël?

Nathaniël Wûnderskoan, wat it skrift oanbelange.

Holofernes Ik dinearje hjoed by de heit fan ien fan myn learlingen; en mocht it jo haagje foar de mielyd de tafel mei in *gratias* eare oan te dwaan, dan sil ik, út krêft fan it privileezje dat ik by de âlden fan it foarseine bern, myn learling, haw, wol soargje foar jins *benvenuto*; en dêr sil ik bewize dat dizze fersen heislike ûnwittend binne, en rook noch smaak hawwe fan dichtkeunst, geast noch oarspronklikens; ik fersykje tige om jins selskip.

Nathaniël En ik tankje jo tige; want selskip, seit de tekst, is it wiere lok fan it libben.

Holofernes En sikerwier, men kin dat ûnfeilber út de tekst bewize. – (*Tsjin Sâle.*) Hearskip, jo noegje ik ek út; nee, jo sille net wegerje; *pauca verba*. – Hjirwei no! De eale lju binne oan it jeien, en wy winskje ús ek te ûntspannen.

(*Of.*)

*(In oar diel fan itselde. Op komt Biron.)*

Biron De kening jaget op harten; ik jei mysels efternei; hja pikke it wyld op en ik wurd wyld fan it pik, pik dat besmet; in smoarch wurd, dat besmette! No, jou dy del, soarch! Want dat sizze hja dat de sot sei, en no sis ik it, dat ik bin de sot; moai bewiisd, o geast! By de Hear, dizze leafde is sa dûm as Ajax;<sup>24</sup> hja deadet skiep, daat my, in skiep; dat bewiis slagget my wer bêst! Ik wol net leavje, hingje my oars mar op; wier-wier, ik wol net. O, mar har each, – by dit deiljocht, wie 't net om har each, dan woe ik har net leavje; ja dochs, om har beide eagen ek wol. Siker, ik doch neat op 'e wrâld as lige, en ik liich grouwêlich. Ja, by de himel, ik leavje wol, it hat my al leard te rymkjen en mankelyk te wêzen; en hjir haw ik in stikje fan myn rymkjen en myn mankelikens. No, hja hat al ien fan myn sonnetten; de omkoal brocht it, de sot stjoerde it, en de frouwe hat it; leave omkoal, leaver sot, leafste frouwe! By de hiele wrâld, it soe my tige wêze as de oare trije der ek sa yn sieten. Hjir komt ien oan mei in pompier; God mei him genedich jammerje litte!

*(Hy kliuwt yn in beam.)*

*(Op komt de Kening.)*

Kening Ai my!

Biron Rekke, by de himel! – Fierder, leave Cupido; do hast him sa mei dyn fûgelpylk troffen ûnder syn lofterboarst. – Sa wier, geheimkes!

Kening (*Lêst.*) “Sa leaflik pattet nea de sinne’ gloed

De frisse moarntiids dauwe, op roazen fûn,  
 As dyn eachs ljocht syn klare strielen stjoert  
 Oer 't wiet, dat my de nachts oer 't antlit rûn;  
 Noch skynt de sulv'ren moanne heal sa klear  
 Yn de trochsicht'ge djipte fan it wiid,  
 As troch myn triennen tynt dyn glimke tear,  
 En eltse skriemde trien wurdt eal en swiid.  
 Gjine drip, of as in koetse draacht er dy,  
 En sa rydsto glorearjend yn myn smert;  
 O sjoch mar al dy triennen, wâlde út my,  
 Dy't dy dyn skientme toane en wat my deart.  
 Mar leavje net dysels, datst' net myn triennen  
 Ta spegels brûkst en twingst ta einleas rinnen.  
 O heechste keninginne! Gjine brein tinkt,  
 Gjine tonge seit, hoe ryk dyn skientme blinkt."  
 Hoe wurdt myn leed har kundich? Fers, lis dêr;  
 Beskaadzje, leaf, dy dwaasheid. Wa is dat?

*(Hy giet fansiden.)*

*(Op komt Longaville.)*

Wat, Longaville! Hy lêst? Ear, sis my wat!

Biron No, fan datselde slach, jit ien sa'n sot!

Longaville Wee my, ik breek myn ied!

Biron O, falske swarder, mei it pompier al foar him!<sup>25</sup>

Kening Fereale, hoopje ik! Heil dan, skande-maat!

Biron In sûper hâldt fan selskip op syn paad.

Longaville Bin ik de foarste, dy't syn wurd sa breek?

Biron Ik koe dy treastgje, om't ik al twa ûntdiek.

Foarme is it trijemanskip, wrâlds hearlikst kroane wil,

En Leafde' galgehout, dêr't sottens oan hingje sil.

Longaville Kin dit stiif rym wol ea har leafde winne?

Maria, do, myn herte' keizerinne!

Nee, proaza skriuw ik, fuort mei wat hjir stiet!

Biron Krolle Amors útris is mei rym oars sierd;

Ei, skein syn pofbroek net!

Longaville

Nee dochs, it bliuwt. (*Hy lêst.*)

Hat dan dyn himelske eag'ne wûnderpraat,

Dêr't alle wrâldske taalmacht by ferstjert,

Myn herte ta falskiedichheid ferlaat?

Briek ik om dy myn wurd, ei straf dat net.

Wis, froulju swarde ik ôf; mar dit is klear,

Do, as goadinne, hearst dêr fêst net by;

Dat gou foar ierde', net foar himels sfear;

Dyn leafde, wûn, daat alle skuld yn my.

Myn ied wie amme, en amme is mar wat wyn;

Do, keine sinne, wûnder fan de moarn,

Amje dy loft-ied út; do hast him yn;

Wier, briek er, dan haw ik gjin skuld dêroan.

Of, briek ik him, wat sot is net sa wiis

En brek in ied, as 't giet om 't Paradiis?

Biron Dyn wurk, o lever! Flesk wurdt godheid, strieljend, nij!

In grien guoske, in goadinne! O slimste ûngoaderij!

God betterje ús, want wier, mei ús is it fier mis!

Longaville Wa moat dit bringe? – O goede! Selskip wis?

(*Hy giet oan kant.*)

Biron Beskûl no, elts beskûl, lyk it berneboartsjen is.

Hjir, as in healgod, sit ik yn 'e loft op wacht,

En jou, op al dy stumpers har geheimkes acht.

(*Op komt Dumain.*)

Mear nôt jit op 'e mûne! It lok hat striele!

Dumain bekeard, fjouwer snippen op ien petiele!

Dumain O, aldergodlikste Tynke!  
 Biron Aldergodlikste nar!  
 Dumain Himel, in wûnder yn ús each is hja!  
 Biron O ierde, lang net, fleislik; bear net sa.  
 Dumain Har amberkleurich hier neamt amber swart.  
 Biron Ja, as in raven amber-fearren hat.  
 Dumain Sa rjocht, in seder lyk.  
 Biron Nee, krûm, gâns mear.  
 Har skouders bin jongwiif.  
 Dumain As dei sa klear.  
 Biron Bytiden, ja: as der gjin sinne skynt.  
 Dumain O, hie 'k myn sin!  
 Longaville Myn langst, dy't my sa bynt!  
 Kening Myn winsk, fan leafde stjoerd!  
 Biron Wis, amen, mits ik mines; dat seit goed.  
 Dumain Ferjitte woe 'k, mar as in koartse hâldt  
 Hja macht oer my, myn bloed en myn ûnthâld.  
 Biron In koartse yn 't bloed! Dan litte, man, dat hja  
 Fuortstreamt by kopfollen; dan falt it ta!  
 Dumain Ik wol dochs jitris lêze wat ik rime.  
 Biron Jitris dan heard, hoe't geast fan leafde swime.  
 Dumain (*Lêst.*) Ienris op in Maaie-dei  
 Krige Leafde it heislik wei,  
 Want in blomke wûnderfyn  
 Ruoike derten op 'e wyn,  
 Dy't by har ferwielen rûn  
 Omsloep en in yngong fûn,  
 En God Leafde, troaid fan noft,  
 Winske him dy himel-loft.  
 "Wyn", sei hy, "do streakest har;

Wyn, hie ik dat foarrjocht mar!  
Mar ik swarde, ik soe har nea  
Teppe, hoe't it herte ek bea;  
Laas, in ied dy't jonkheid min  
Foeget, as soks troaie kin!  
Neam it dan gjin sûnde yn my,  
Dat ik falsk sward ha foar dy,  
Do, dêr't Jupiter fan dreamt  
En syn Juno swart om neamt,  
En syn godheid om fersmiet,  
Noege him sok ierdsk geniet!"

Dat stjoer ik har, mei eat, dat klearder jit  
Har seit, hoe slim myn hert fan hongere lit.  
O, dat de kening, Longaville, Biron,  
Ek leaven! Rûn 't mei har ek op 'e non,  
't Fage iedbreks mark my fan it foarhaad wei;  
It sotste jout gjin oanstjit, docht elts mei.

Longaville (*Foar 't ljocht kommend.*)

Dumain, dyn leafde is ûnmeilydsum, wreed,  
Ast' selskip winskest yn dyn leafde' leed.  
Bleek meisto lykje no, ik krige in kaam,  
Wie ien, as ik soks sei, oer 't mad my kaam.

Kening (*Komt nei foaren.*)

Jo readzje, hear, dy rein bedript ek jo.  
Jo kibje op him, sels dûbeld skuldich no!  
Hat Longaville Maria leaf of net?  
Hat hy foar har nea gearstald in sonnet?  
Nea syn krúste earms net dwers lein oer syn boarst,  
Om't hy syn bûkjend hert behearskje moast?  
Ik stie beskûl yn 't boskje hjir, deunby,

Sloech beide merk, oer beide skamme ik my,  
 Fernaam jim skuldich rym, jim hite sinnen,  
 Seach jimme suchten rikjen, murk jim stinnen;  
 Wee my, rôp ien, en d' oare: o Jupiter!  
 O goudhier, dizze; o eachs kristal, dy wer;  
 Sa'n paradys woen' jo wol trou foar brekke,  
 En Jupiter, lyk jo, soe meinied sprekke.  
 Wat seit Biron, as hy skielk hearre moat,  
 Brutsen is 't wurd, mei foarsje doe besward?  
 Wat sil hy spotte en stikels jim ferearje,  
 Wat sil hy laitsje en dûnsje en triomfearje!  
 Foar al de rykdom, wêr't ik kaam of gie,  
 Woe 'k net, dat hy fan my sok witten hie!

Biron (*Hy komt út de beam del.*)

Tewar tsjin wat hjir braafheids skyn bestie!  
 Ei, hear, ferjou as ik te fier faaks gie!  
 Mar do, eal hert, hoe falst dy wjirms sa hurd  
 Oer leavjen, by wat leafde dy betsjut?  
 Makke dyn each gjin koetsen? Speeg'le har  
 Faaks gjin prinsesse yn dizze trienne-mar?  
 Nee, gjin falske ied, want dat soe men bestjerre;  
 Gjin ferskes, dy't by lietsjesjongers hearre.  
 Mar elts fan jim moat skamje him, hjirta  
 Dat jim sa fier jim wyt missketten ha;  
 Syn túchje fûnen jo, de kening jins,  
 Mar ik de balke yn ealmans each en prins.  
 Wat foarkaam, in toaniel fan sotten wie 't  
 Mei suchtsjen, stinnen, kleien, grut fertriet;  
 Wat siet ik dêr ferduldich tsjin beams rich,  
 En seach in kening omtsjoend ta in mich!



Kening En brekt it like min,  
 Gean dan, ferrie en do, mei frede yn 't sin.

Jaquenetta O hear, wol dat brief lêze, smeeke wy;  
 Us pastoar stie it net, it is ferrie, sei dy.

Kening Sjoch it ris yn, Biron. *(Biron lêst it brief.)*  
 Wêr hast it fan?

Jaquenetta Fan Jobbe.

Kening En fan wa do?

Jobbe Fan Dun Adramadio, Dun Adramadio.

Kening Wat no? Wat ha jo? Skuorre jo dat stikken?

Biron In ding fan neat, hear, neat om fan te kikken.

Longaville Hy is alhiel fan 't set, grif is der wat te wikken.

Dumain It is Biron syn skrift, en dêr stiet ek syn namme.

Biron Do smachel, huorrebern! Troch dy stean ik beskamme.  
 Skuldich, myn hear, ja skuldich! Untkenne wol ik net.

Kening Wat dan?

Biron Der wiene trije sotten, mei my is it in kwartet.  
 Hy, hy en jo; en jo, myn foarst, en ik  
 Ha slim fan leafde gnobbe, de dea stiet op sa'n stik.  
 O, stjoer dy strúnders wei, dan sis ik jo gâns mear.

Dumain It tal is even no.

Biron Ja, in fjouwerspan, myn hear.  
 No, gean dy toarteldowen?

Kening Kom, folkje, gean hjirwei.

Jobbe Oan kant it earlik folk, wylst ûnrant bliuwe mei.  
*(Jobbe en Jaquenetta ôf.)*

Biron Lit ús inoar omearmje, o leafde-bûn!  
 Sa trou bin wy as bloed en flesk mar kinne;  
 Heech strielet sinne, it grutte tij giet rûn,  
 Jong bloed wol jimmer griisheids wet oerwinne;

- Wy ha gjin macht oer wat ús rôp te wrâld;  
 Dan is der nimmen, dy't sokke ieden hâldt.
- Kening Dy flardsjes hiene in leafde' boadskip yn?
- Biron Wat oars? Wa sjocht dat wûnder, Rosalyn,  
 En bûcht, in Yndiaan, in wyld allyk,  
 Sadree't it pronkjend East him iependocht,  
 De holle net, noch pattet, earbieds blyk,  
 De lege grûn, ferheard ta wat er sjocht?  
 Wat earns each, strang, fol fjoer, fol foarstlikheid,  
 Doar hearskjend oer har himelsk foarhaad gean,  
 Dat net ferbline is fan har majesteit?
- Kening Wat driuw, wat stoarm trochwoedet dyn bestean?  
 Har frouwe, ek mines, is de moanne allyk,  
 Mar hja in bystjer, skraach te sjen foar 't each.
- Biron Ik hjit net mear Biron, sjoch ik sa bryk.  
 O, dei waard nacht, as him har glâns ûntteach!  
 Al 't moais, dat hokfoar hearlik antlit siert,  
 Streamt yn har wang, as ta in feest, bliid gear,  
 Dat ealst ferskaat as ienheid fuortbestiet  
 En neat ûntbrekt ta hokfoar swiet begear.  
 Lien my de rykste bylden fan de spraak, –  
 Fij, bûnte redekeunst! Dy hoecht hja net;  
 Want keapwaar priizgje hja yn merkstyl faak;  
 Hja stiet dêrboppe, en leger lof fertret.  
 In toarre hjerremyt, in ieu wol âld,  
 Untsonk de helte, seach er dy yn 't each;  
 Yn skientme pronket jeld as Maitiids wrâld,  
 Oft oer de kruk de widze' seine teach.  
 O, har sinne is 't, dy't al dy gloede jout!
- Kening Ei wat! Swart ebbenhout is dyn lea lyk!

- Biron Wat, ebbenhout har lyk? O godlik hout!  
 In frouwe út ebbenhout, hoe eal, hoe ryk!  
 Wêr is it boek,<sup>27</sup> dat ik dit daalk beswar,  
 Dat skientme nea net wier is en folslein,  
 As hja net eag'ne gloede leart fan har.  
 Gjinn antlit, minder swart, is no mear kein.
- Kening O paradoks! Swart tekenet de hel,  
 It tichthús driget njoer allyk de nacht,  
 Mar ljochtens foeget Himels grut bestel.
- Biron Satan ferlaat jin gaust as geast fan ljocht.  
 Mar o, as swart myn frouwe' foarhaad siert,  
 Dan is it drôf, om't ferve en ûnecht hier  
 Ferealen falsk ferriede, om't skyn har liedt;  
 Mar sûnt hja berne is, waard it swart ta sier.  
 Troch har kearde om de moade fan ús tiid,  
 Want eigen rea giet no foar ferve keunst,  
 En rea, út eangstme foar wrâlds fûle niid,  
 Fervet har swart, en dielt sa yn wrâlds geunst.
- Dumain Ek skoarstienfegers leavje dêrom swart.
- Longaville Koalbrâners lykje no net donker mear.
- Kening De negers romje al op har skientme' part.
- Dumain Wêrta jit kearsen? Want de nacht is klear.
- Biron Jim leafsten weagje har nea yn de rein,  
 Dat net de kleuren har fan 't antlit rinne.
- Kening Die jowes 't mar! Ik ken wol, tsjin jo sein,  
 Gâns moaier froulju, dy't net wosken binne.
- Biron Har moaiens striid ik foar, oant d' oardielsdei.
- Kening Gjinn divel makket dan dy kjel, Biron.
- Dumain Gjinn man, waans geast ea sa yn tsjuster lei.
- Longaville Hjir komt dyn lea (*Syn foet foarútstekkend.*); fan gloede

krekt myn skuon.

Biron O, wie de strjitte fluorre mei dyn eagen,

Te hearlik foar sok gean wie jit har foet!

Dumain Fij, fij! Wat dan omheech dy loaitsen seagen,

As hja dêroer gean soe, is dat wol froed?

Kening Mar hoe? Ha al ús herten net ien lot?

Biron Wis! Allegear falsk sward; o drôvich diel!

Kening Dan stil hjiroer; Biron, bewiis no dat

Us leavjen wettich is, ús ied jit hiel.

Dumain Ja wis, dat tsjin dat kwea dyn wurd ús bêst ret!

Longaville Sis ús, lâns hokfoar wei der útkomst is!

In set, in streek, dy't ek de divel fêstset!

Dumain In salve foar de wandie!

Biron

Dat driuwt wis.

Jou acht dan, striders jim yn leafde' tsjinst,

En hifkje wat jim sward ha, jitris goed:

Fêstje, studearje, nea net froulju sjen –

Ferrie planút tsjin jonkheids keningskip.

Sei, kinn' jim fêstje? Bin jim magen net

Te jong jit? Sokke ûnthâlding laat ta sjochten.

En hearen, doe't jim d' ied fan stúdzje diene,

Dêryn swarde elts fan jim syn boek just ôf;

Wêr bleau sa dream, beskôging, ûndersiik?

Wêr hiene jo, myn foarst, en jo, en jo,

De treflikheid fan djippe stúdzje fûn,

As net in frouljusantlit dêrta dreau?

Har eagen dan ûntlien ik dizze leare:

De grûn bin hja, de boeken, d' akadeemjes,

Dêr't god Prometheus' hillich fjoer út flammet.

Ei, bodzjen alweroan slút al te strang

De lyn'ge geasten yn ús ieren op,  
 Lyk as beweging, aksje sûnder lins,  
 De spierkrêft fan de reizger lytser makket.  
 Dan, nea in frouminske net oan te sjen,  
 Ofswarren wie 't fan 't brûken fan jim eagen  
 En fan de stúdzje, dêr't dy ied foar wie;  
 Want is der earne in skriuwer op 'e wrâld,  
 Dy't jim sa'n skientme leart as 't frouljuseach?  
 Leardens is mar in wêzens-ûnderdiel,  
 En wêr't wy binne, giet de leafde mei,  
 Dat, sjogge wy ússels yn frouljuseagen,  
 Sjogge wy dan ús leardens dêr ek net?  
 Sa, hearen, diene wy in stúdzje-ûnthjit,  
 En swarden mei dy ied ús boeken ôf;  
 Want wêr hien' jo myn foarst, of jo, of jo,  
 Yn leadswiere betinking, sok fjoer fûn  
 Foar fersen, dy't de troaiende eagen fan  
 Dy foargongsters yn skientme yn jo wekken?  
 De staad'ger witnis wennet yn it brein,  
 En fynt faak minne wurkers dêr, dat hja  
 Mar earme risping fan har wrotten wint;  
 Mar leafde, earst yn in frouljuseach goed leard,  
 Bliuwt net besletten ienlik, yn it brein,  
 Mar, mei alle elemint'ne foarsje, strûst  
 Hja fuort, rêd as in tins, nei eltse krêft,  
 En jout oan eltse krêft in dûb'le macht  
 Boppe har wurking en har tsjinstberheid.  
 Hja foeget kostb're skôging ta oan 't each;  
 By leavers eagen is in earn as blyn;  
 In leavers ear heart ek it lytste lûd,

Dat it erchtinkend ear fan tsjeaven mist;  
 En tearder, lichter trillet leafde' fieling  
 As fynste fielders fan in húskeslak;  
 By Leafde' tonge priuwt sels Bacchus min;  
 Fan moed, is Leafde dan gjin Hercules,  
 Dy't jit yn 't Hesperidysk beamte kliuwt?<sup>28</sup>  
 Snoad as de sfinx; en swiet en muzikaal  
 As ljochte Apollo's lút, spand fan syn hier;  
 Sprekt Leafde, it is oft alle goad'ne lûd  
 De himel dreame lit yn harmonije.  
 Gjinn dichter taalt foar skriuwen nei syn pinne,  
 Ear't Leafde' suchtsjen him mei d' inket mingt;  
 Dan reitsje ek wylden optein fan syn keunst,  
 Dy't dimmenheid sels wekket yn tirannen.  
 Dat dizze leare ûntlien ik frouljuseagen:  
 Hja fûnkje wier jit fan Prometheus' fjoer,  
 Hja bin de skriften, boeken, d' akadeemjes,  
 Der is gjin ien oars treflik, hoe dan ek;  
 Wat sotten dan, om froulju ôf te swarren,  
 En sot net minder, dy't him hâldt oan soks!  
 Om wiisheids wil, in wurd, elts man wis djoer,  
 Om leafde' wil, in wurd, dat ús swiid leavet,  
 Om manlju' wil, dy't alle froulju wêz'nen,  
 Om froulju' wil, troch wa't wy libje as man,  
 Lit ús ússels fine en dy ied fersmite,  
 Of troch dy ied ferlieze wy ússels.  
 Him te ferbrekken is godstsjinst'ge plicht;  
 't Is neisteleafde dy't de wet folfiert,  
 En wa kin leafde skiede fan dy krêft?

Kening Heil Sint Cupido dan! Yn 't fjild, jim striders!

- Biron Heech jimme findels, hearen, en fal oan!  
 Mank har en del mei har! Mar hear myn rie:  
 Pas op, en win fan har de sinne' kant!
- Longaville Planút en ûnferblomme no: sill' wy  
 Wurk meitsje fan dy Frânske fammen, freonen?
- Kening Wis, en har winne; dat, wy moasten har  
 Eat feestliks yn har tinten biede kinne.
- Biron Foarst dan, har út it park dêrhinne fierd,  
 En dan, op 'e weromtocht, hân oan hân  
 Elts mei syn leafste; en letter op 'e dei,  
 Fernoegje wy har wol mei wat bysûnders  
 As tiidsferdriuw, safier't soks no jit kin;  
 Want feest en dûns en maskers, foar har kommen  
 Bestruie Leafde' paad mei glâns fan blommen.
- Kening Hjrwei dan, daalk! Lit der gjin tiid ferrinne,  
 Dy't, ear't er giet, wy skoan jit brûke kinne!
- Biron *Allons!* Gjin nôt fan ûnrant, dat is fêst,  
 En rjochtlíkheid weacht earlik, no en letter;  
 Dat fammespul wurdt sûnders faaks ta lêst,  
 Mar goed, ús koper keapet ús gjin better.

*(Allegearre ôf.)*

## BEDRIUW V

### TOANIEL I

*(In oar diel fan itselde. Op komme Holofernes, Hear Nathaniël en Sâle.)*

Holofernes *Satis quod sufficit.*<sup>29</sup>

Nathaniël Hear, ik priizgje God om jo; jins tafelreden wiene pun-  
tich en pittich, noflik sûnder ûnfoegens, geastich sûnder  
betochtens, doarend sûnder ûnskeamelens, leard sûnder  
selsoerskatting, en apart sûnder ketterije. Ik petearre  
koartlyn mei in selskipsman fan de kening, titulearre,  
nominearre of neamd fan Don Adriano de Armado.

Holofernes *Novi hominem tamquam te;*<sup>30</sup> syn wêzen is ferheven,  
syn petearstyl hearskjend, syn tonge beslipe, syn each  
fol heech bestribjen, syn gong majestueus, en syn hiele  
hâlden en dragen idel, bespotlik, trasoanysk.<sup>31</sup> Hy is te  
keken, te opsnoeke, te ûnecht, te nuver, sa-sein al te pere-  
grinysk,<sup>32</sup> as ik it sa neame mei.

Nathaniël In tige bysûnder en útlêzen epiteton.

*(Hy bellet syn skriuwoekje foar 't ljocht.)*

Holofernes Hy spint de tried fan syn fokabelen fierder út as de rizels  
fan syn arguminten. Ik haw in ôfgriis fan soksoarte  
fanatike fantasten, sokke ûnsosjabele en hierspjaltende  
selskipslju, sokke moardners fan de ortografy, dat hja

útsprekke fan “meenske”, tige moai, as hja hearre te sizzen fan “min-ske”, “ier” as it wêze moat “jier”: j-i-e-r, net i-e-r; hy neamt in “hynsder” fan “hynder”, “bûsdoek” vocatur “bûddoek”, “skoarstien” abbreviearre ta “skoasjen”. Dit abominabel, dat hy neame soe fan “abbomminabel”; by my demonstrearret soks *insania; ne intelligis, domine?* Immen lunatyk meitsje, oars sein, gek.

Nathaniël *Laus deo, bone intelligo.*

Holofernes *Bone? – bone, lês bene;* in lytse skansearring fan Priscianus;<sup>33</sup> hawar, it is fersteanber.

*(Op komme Armado, Mot en Jobbe.)*

Nathaniël *Videsne, quis venit?*

Holofernes *Video et gaudeo.*

Armado *(Tsjin Mot.)* Gearskip!

Holofernes *Quare* gearskip, net hearskip?

Armado Mannen fan frede, treflik troffen.

Holofernes Heech militêre hear, salutaasje.

Mot *(Tsjin Jobbe.)* Hja ha by in grut tale-banket west, en de prakjes stellen.

Jobbe O, hja ha al sa lang libbe fan de jilmisse-koer fan wurden. Ik besau my dat dyn hear dy net as in wurd opiten hat; want do bist op gjin holle nei sa lang as honorificabilitudinitatib us; do bist makliker yn te slokken as in fjoerpikkerke.<sup>34</sup>

Mot Stil! It kloklieden begjint.

Armado *(Tsjin Holofernes.)* Monsieur, binne jo net in heech-belettere?

Mot Ja, jawis, hy leart de jonges it hoarneboek. Wat is a, b, omkeard speld, mei de hoarn op syn kop?

Holofernes Ba, *pueritia*, mei in hoarn dêrby.

Mot Ba, in heislik stom skiep mei in hoarn. Jo hearre, hoe

leard er is.

Holofernes *Quis, quis*, do konsonant?

Mot De tredde fan de ienlûden, koart sein, en it bylûd foar de L.

Holofernes Dat giet djip, lit my sjen: A-E-I, J-K-L, Ik –

Mot Ik, skiep, ensafuorthinne.

Armado No, by de sâlte weagen fan de Mids-ierdske See, in aardich skramke, in rêde útfal fan de geast, snip-snap, út en thús, it ferhûget myn fernimstigens; echte geast!

Mot En soks fan in jong laam oan in âld raam; en dy wit wol wat.

Armado Wêr wit hy dan sa'n bulte fan?

Mot Fan hoarnen.

Armado Do disputearrest as in *infans*; gean, boartsje mei dyn top.

Mot Lien my jins hoarn dan om ien te meitsjen, en ik sil jins skande wol *circum circa* rûnswypkje – in top fan in koekút syn hoarn.

Jobbe As ik mar ien stoer op 'e wrâld hie, krigesto him om der gimber-bôle foar te keapjen; pak oan, dêr hast krekt dyselde remuneraasje dy't ik fan dyn master krige, do bot-senstik fan geast, do doweaai fan fernimstigens. O, as it de himel mar haagje mocht datsto myn bastert wiest, wat in lokkige heit soesto my meitsje! Sa mar fierder; do hast se oan 'e dongbult, op fingers einen, lyk as it sizzen is.

Holofernes Wat! Dêr rûk ik ferdoarn Latyn; "dongbult" foar "unguem".

Armado O man fan keunsten, preambulearje; wy wolle útsûndere wêze fan de barbaren. Fiede jo de jongerein net op yn de kostskoalle boppe op de berch?

Holofernes Of *mons*, de hichte.

Armado Lyk as it jo leaf is, de berch.

Holofernes Ja, dat doch ik, sûnder *dubio*.

Armado Hear, it sil de kening alderleaflikst en ynswiet wêze, de prinsesse te kongratularjen yn har tinte, en soks yn it efterste fan de dei, dat de ûnbesnoeide mennichte neamt fan neimiddei.

Holofernes It efterste fan de dei, tige gruthertige hear, is wis konveniint, kongruïnt en mensurabel foar de neimiddei; it wurd is mei soarch tept, útsocht, leaflik en paslik, ferklearje ik jo, hear; ja dat ferklearje ik.

Armado Hear, de kening is in nommel ealman, en myn boartfeint. Wier, ik ferklearje jo, myn tige goede freon; want wat der ynderlik tusken ús is, dêr swije wy oer; – ik bid jo, hear, hâld jins hoflikheid yn omtinken, ik bid jo, beklai jins holle –, en ûnder oare tige driuwende en slim earnstige besonjes, seldsume wichtich sikerwier, mar dêr swije wy oer; – dit wol ik jo sizze, bytiden haget it syn genede, ja by de wrâld, it haget him wat op myn earm skouder te lynjen, en mei syn keninklike finger wat te boartsjen mei myn excrement, myn *mustachio*; mar, harte, dêr swije wy oer. By de wrâld, ik ferhelje gjin fabel; it haget syn gruttens, Don Armado somlike tige bysûndere bewizen fan eare te beskikken, want Armado is in kriichsman, in man fan folle reizen, ien dy't de wrâld sjoen hat; mar dêr swije wy oer. Wêr't it einliken op delkomt – mar beleaven, harte, hâld alles stil! – is, de kening soe winskje, dat ik de prinsesse, dat swiete pykje, in noflike fertoaning, optocht, pronktoaniel, narrespul of fjoerwurk presintearre. No, foar it ferstân hawwend dat de geastlike en jins minlikheid seldsume goed binne yn sokke erupsjes, sokke ûntploffingen fan de geast om

sa te sizzen, haw ik dit jo kundich makke, mei it doel jo te fersykjen om assistinsje.

Holofernes Hear, jo moatte de Njoggen Helden foar har fertoane. Hear Nathaniël, wat dit oanbelanget, in noflike tiidkoarting, in soartemint fertoaning yn it efterste fan dizze dei, dat op befel fan de kening jûn wurde moat mei ús stipe, en dy fan dizze heech-moedige, romrofte en learde ealman, en soks foar de prinsesse, sis ik, neat is sa gaadlik as de Njoggen Helden foar te stellen.

Nathaniël Mar wêr wolle jo de mannen fine, dy't treflik en ferheven genôch binne om har foar te stellen?

Holofernes Jozua binne jo; iksels, en dizze eale ridder, Judas Macabeus; dizze boerefint moat, om syn ûnbidigens fan lea en lidden, Pompeius de Grutte foarstelle; en de paazje, Hercules.

Armado Hear, ferjou my, dit komt net út; hy hat gjin kwantiteit genôch foar dy grutte Held syn tomme; hy is net ienris sa mânsk as de útein fan syn kneppel.

Holofernes Wol men no nei my hearre? Hy sil Hercules foarstelle as in tatebern; syn *entré* en *exit* sil wêze it wjirgjen fan de slange; ik sil in apology skriuwe mei dat doel.

Mot In treflike fynst! En as ien fan de harkers dan sifelet, kinne jo roppe: "Moai, Hercules, moai! No fermoarselesto de slange!" Want sa moat men in oanstjitt oannimlik meitsje, al hat mar in inkelde de opnimstogens dêrta.

Armado En de fierdere hege Helden?

Holofernes Trije sil ik sels spylje.

Mot O do trijeris heldhaftich hear!

Armado Ik sil jim in ding sizze.

Holofernes Wy harkje mei omtinken.

Armado As dit ús net slagget, dan nimme wy in narredûns. Ik bid  
 jimme, folgje my.

Holofernes *Via*,<sup>35</sup> freon Sûle! Do hast de hiele tiid jit gjin wurd sein.  
 Sûle Ik ha ek net ien fette, hear.

Holofernes *Allons!* Brûke sille wy dy dochs.  
 Sûle Meidûnsje koe ik skoan, of roffelje op 'e tromme;  
 Dan sille de Helden springe, as skrillen hja út 'e slommel!

Holofernes Te sûlich, bêste Sûle; no gau te set, gau komme!  
 (*Allegearre ôf.*)

TOANIEL 2

(*Itselde. Foar de Tinte fan de Prinsesse.*)

Prinsesse Hartsjes, wy wurde ryk jit foar de reis,  
 As it sa stjalpich reint fan frijers-jeften.  
 In frouljus-byld fan diamant ommuorre!  
 Sjoch ris wat my de kening sa gol stjoert!

Rosaline En, heechheid, wie der wier neat oars by yn?

Prinsesse Wat oars jit? Wis, safolle leafde op rym,  
 As op in fel pompier krekt plak ha koe,  
 De twa bledkanten, râne en alles fol,  
 Dat hy op Amors namme siig'lje moast.

Rosaline Dat koe dan Amors godheid waaksdom jaan,  
 Want al fiiftûzen jier bleau hy in boi.

Katharina In pjut ja, in min ies, in galgebok.

Rosaline Do hatest him, om't er dyn suster deade.

Katharina Hy makke har swiermoedich, earnstich, drôf,  
 En sa ferreach hja; hie hja west lyk jo,  
 Linich en licht, alert en bliid fan geast,

Hja wie grif beppe wurden ear't hja stoar,  
 Lyk jo wis wurde: in licht hert libbet lang.

Rosaline Mûske, wat miensto mei dat wurd fan licht?

Katharina No, yn in swarte skientme in lichte geast.

Rosaline Mear ljocht, as dyn bedoeling strielje sil!

Katharina Meidatst de kearse snútst, ferdjerst har faak;  
 Dêrom giet dit petear yn tsjuster út.

Rosaline Dat, watsto dochst, dêr mei it ljocht net by.

Katharina Dat is by dy sa oars; do nimst it licht.

Rosaline Ik weach net sa as do; en bin dus licht.

Katharina Ast my net weachst, dan telsto my ek net.

Rosaline Ik kin net telle, dy't ta ien net komt.

Prinsesse Moai takeatst, fammen, in goed spultsje geast;  
 Mar, Rosaline, do hiest ek wat krige;  
 Wa hat it stjoerd? Wa is 't?

Rosaline Ik woe, jo wisten 't.  
 Wie mar myn antlit like moai as jins,  
 Myn jefte wie 't wis ek; mei dit soks tsjûgje;  
 En fersen haw ik ek, tank oan Biron.  
 De mjitte is goed; en wien' syn skatten 't ek,  
 Dan wie der gjin goadinne, as ik sa kein;  
 Fan tweintich tûzen keinen wûn ik 't jit;  
 O, yn syn brief hat hy myn byld wol teek'ne!

Prinsesse Hoe liket it?

Rosaline It hânskrift gnap, mar mei myn lof, nei neat.

Prinsesse Sa moai as inket, dan; dat komt goed út.

Katharina Moai as in haadstêf S is yn in skrift.

Rosaline Pas op foar potlead! Striid? Dan namste better!  
 Myn moaie grutte D! Myn gouden letter!<sup>36</sup>  
 Mar minder O's koe dyn gesicht mei ta!

- Katharina No, pokken foar sa'n set! En fekken, ba!
- Prinsesse Mar wat hat dy Dumain, dy kreaze, stjoerd?
- Katharina In want, sjoch, frouwe.
- Prinsesse Twa wis, ha 'k dat goed?
- Katharina Ja frouwe, en dêropta ik leau wol tûzen  
Fersrigels dy't fan trouwe leavers rûzen,  
In seldsume oersetting fan gûch'lerij,  
Min gearstald, fol skyndjippe sotternij.
- Maria Pearels fan Longaville oan my, mei dit,  
In brief, dat fan ûnbiid'ge lingte lit.
- Prinsesse Dat is wis sa. Do woest faaks foar dyn part,  
Dat keat wol langer ha, dat brief mar koart.
- Maria Ja, as ik dêr in hân foar ôfstean moat!
- Prinsesse Wiis is 't en spot mar mei dy frijers ta.
- Rosaline Dy sotten keapje sels ús spot ek sa.  
Wat sil ik dy Biron foar 't ôfskie ha!  
O, koe ik him kastije, in wike lang,  
Wat soe er krûpe en smeeke, near en bang,  
En my nei d' eagen sjen, myn sin krekt dwaan,  
Syn herte omdôch yn rymkes út'ring jaan,  
En ree stean op myn winken, lyk ik hiet,  
Grutsk, dat ik grutsk him nytge en skreppes liet!  
Sa as in wrigge hearske ik oer syn aard,  
Dat hy myn nar en ik syn needlot waard.
- Prinsesse Neat rekket sa licht finzen, sa licht fêst,  
As geast dy't sottens waard; yn wiisheids nêst  
Wint sottens ynsjoch, foarming, skoalle-keunst,  
Dat geast in learde sot jit siert mei geunst.
- Rosaline De jonkeids bloed baarn nea sa fûl en grut,  
As weard'ge earnst as dy ta dert'nens keart.



“Want,” sei de foarst, “in ingel silsto sjen,  
 Mar sprek drystmoedich, net as in bang bern.”  
 “Ei kom,” sei hy, “in ingel is my bêst,  
 Mar foar de duvel hie ’k al skruten west.”  
 Doe laken hja en sloegen him op ’t skouder,  
 En dêrfan waard de fûlbart net benauder;  
 Ien wreau him yn ’e hannen, gnyske en sei:  
 “Dat andert wie in masterstik, rjochtwei.”  
 In oaren knipte mei syn fing’r en tomme,  
 En rôp: “Troch giet it, al soe ’t slimste komme!”  
 De tredde sprong en skreaude: “In treflik stel!”  
 De fjirde teantsjedraaide en foel doe del;  
 Doe trúz’len allegear hja oer de grûn,  
 En laken sa oanienwei, lûd en sûn,  
 Dat yn dy fleach, as wie it earnest, ferskynden  
 Triennen, de sotheid wers, dy’t ’t wang oer wynden.

Prinsesse Hoe no? Hja komme hjir foar in besyk?

Boyet Ja, wier, en hja binne útrist, Russen lyk,  
 Of Moskowiten, leau ’k, mei dit ta doel:  
 In swiet petear, en dûnsje, en stykje om jim;  
 Dan striidt, yn leafde’ park, fernimstich, slim,  
 Elts fan har om syn leafste, dy’t hja fine,  
 Om’t dy, mei wat har stjoerd is, pronkjend skine.

Prinsesse Ja, al? Wy sille elts hifkje dy’t soks doar:

Dan, fammen, elts fan ús in masker foar;  
 Net ien fan har, hoe swiet er ljuentsje mei,  
 Praat dat, by ien fan ús, fan ’t antlit wei.  
 Sjoch, Rosaline, do draachst myn presint,  
 Dat foarst de kening, leavjend, him fersint;  
 Hjir, leave, nim ’t en jou dan dines my,

En dan sjocht hear Biron my oan foar dy;  
Jim, roalje ek jimme jeften, dat jim stikers  
Ferryf'le, jim net frije, mar jim likers.

Rosaline Ja, kom, en draach jim tekens goed foar 't ljocht.

Katharina Mar wat, by dizze roaling, ha jo foar?

Prinsesse Dat sa myn opset harres keart en krúst.  
Hja sykje har geniet yn tûle en spot,  
En mei wat hún fan ús beleanje ik dat.  
Hja lústerje har herte' heimnis sa  
Ferkearden yn it ear; fersteld stean hja,  
As wy inoar wer moetsje d' oare kear,  
Dan sûnder masker, ta in swiet petear.

Rosaline Mar dûnsje wy mei har, as ien ús bea?

Prinsesse Nee, net in foet ferwege, of oars, de deal  
Dy opstelde oanspraak ek, hear dêr net nei,  
Mar as er opsein wurdt, sjocht elts oarwei.

Boyot Sa wurdt dy earme sprekkers moed grif dwêst,  
En syn ûnthâld hâldt nea syn rol sa fêst.

Prinsesse Dat wie myn doel; as hy dêr wei yn is,  
Dan binne ek d' oaren bûten, sûnder mis.  
Moaist is de set, as set sa set ferslacht;  
Harres wurdt uzes, uzes wint de macht.  
Wy bliuwe en gekje om har mislearre plan  
Hja gean, beskamme, en pleage, man foar man.

*(Trompetten.)*

Boyot Hark, de trompet! Hja komme; maskers foar!  
*(Op komme de Kening, Biron, Longaville en Dumain, yn  
Russyske dracht, en maskere; Mot, muzikanten en gefolcb.)*

Mot "Heil, jimme rykste skientmen fan dizz' ierd!"

Boyot Har rykste skientme is tafta-side, sjoch!

- Mot "Heech hillich klaverblêd fan prûste fammen,  
*(De ealfammen keare him de rêch ta.)*  
 Dy't ea har – rêch – op stjerlik antlit rjochten,"
- Biron "Har each," do smjunt, "har each!"
- Mot "Dy't ea har each op stjerlik antlit rjochten!  
 Ut –"
- Boyet Ja, út, sa liket it.
- Mot "Ut ealens, himel-geasten, mei 't jim haagje,  
 En skôgje net –"
- Biron "En skôgje no," skarlún!
- Mot "En skôgje no mei hearlik strieljend each – mei hearlik  
 strieljend each –"
- Boyet Nee, dy beneaming sinn'get har grif net;  
 Sis leaver fan "mei froulik strieljend each".
- Mot Hja hearre net, ik reitsje sa fan 't set.
- Biron Is dat dyn rolfêstens? Hjirwei, do skelm! *(Mot ôf.)*
- Rosaline Wat fiert dy frjemden hjir? Freegje it, Boyet;  
 As hja ús sprake sprekke, is 't ús begear,  
 Dat in ienfâldich man har doel klear neamt;  
 Fernim dêrnei.
- Boyet Wat woene jim fan de prinsesse, hjir?
- Biron Freonskip en frede ta ús komst, oars neat.
- Rosaline Wat is har winsk, Boyet?
- Boyet Oars neat as frede en freonskip ta har komst.
- Rosaline Dy ha hja, sis har dus, hja kinne gean.
- Boyet Hja seit, dy ha jim, dat jim kinne gean.
- Kening Och, sis har, folle milen ha wy metten,  
 Dat wy wat mjitten mei har dûnsje yn 't gers.
- Boyet Hja sizze, folle milen ha hja metten,  
 Dat hja wat mjitten mei jim dûnsje yn 't gers.

Rosaline Sa is 't net; freegje mar, hoefolle tommen  
 Ien mile hat; as hja safolle meaten,  
 Dan is dat fan ien mile maklik sein.

Boyot As jim wier milen metten ha hjirhinne,  
 En folle, freget de prinsesse, ei neam  
 Har dan, hoefolle tommen meitsje ien mile?

Kening Sis har, wy meaten dy mei mêde trêd.

Boyot No heart hja 't sels.

Rosaline Hoefolle mêde trêden,  
 Fan folle mêde milen fan jim gean,  
 Ha jim, al reizgjend, yn ien mile teld?

Biron Neat telle wy, dat dien foar jimme waard;  
 Us plicht hat safolle yn, is sa ûneinich,  
 Dat wy jim jimmer tsjinje, sûnder rekken.  
 Gun ús jimme antlits sinneglâns te sjen,  
 Dat wy, lyk wylden, dy oanbidde meie.

Rosaline Myn antlit is in moanne, efter dizzen.

Kening Seine dy wolkens, wachters by jim rizen!  
 O, súv're moanne, en jimme stjerren, skyn,  
 Fan wolkens frij, ús fochtige eagen yn!

Rosaline Omdôch, o earme smeker, freegje better;  
 Dit wie net mear as moanneskyn op wetter.

Kening Ien rûntsje dûnsjen dan; jim binne noege;  
 Do hietst my: freegje; en dizze frage foege.

Rosaline Spylje, muzyk; dan dalik, gjin ferlet!  
 Net ree? De moanne wiks'let; dan mar net!

Kening Net dûnsje no? Niis seine jo 't my ta.

Rosaline Doe wie de moanne fol; no wiks'le hja.

Kening En dochs bliuwt hja de moanne, en ik de man.  
 Muzyk, o hear! Hoe't soks de lea troch giet!

Rosaline Troch d' earen, ja.  
 Kening O, trille it troch jins fiet!  
 Rosaline Foar frjemden, dy't men sa by tafel met,  
 Gjin stivens, hân yn hân! Wy dûnsje net.  
 Kening Wêrta dan hân yn hân?  
 Rosaline Ta gol farwol.  
 No, hartsjes, niich; dan is de mjitte fol.  
 Kening Mear mjitte fan dy mjitte; net sa skriël!  
 Rosaline Nee, hear, foar dizze priis ha jim jim diel.  
 Kening Neam sels wat priis jim selskip keapje kin.  
 Rosaline Jim hinnegean.  
 Kening Dêr't ik net swiet oan bin.  
 Rosaline Dan bin wy net te keap; farwol dan no:  
 Twaris, hear, foar jins mom, in heal foar jo.  
 Kening As jo net dûnsje wolle, ei dan wat praat.  
 Rosaline Persoanlik, dan.  
 Kening Dat past wol by myn aard. –  
 Biron Blank-earm'ge lea, in swiet lyts wurd yn 't lêst!  
 Prinsesse Huning en molke en sûker, trije al fêst.  
 Biron Jitris dan trije, like swiet en froed!  
 Mea, maltbier, malmesij, – dat rôlet goed!  
 Seis soarten swiet no al!  
 Prinsesse Sând swiet, net mear;  
 Dat spyljen stean ik net; 't is dien, dizz' kear.  
 Biron Ien wurd temûk.  
 Prinsesse Gjin swietens mear dêrta.  
 Biron My makkest gallich.  
 Prinsesse Bitter, goed.  
 Biron Dan sa. –  
 Dumain In wurd mei jo te wiks'ljen, wie 't begear.

Maria Ei, neam 't.  
 Dumain O, keine frouwe –  
 Maria O keine hear –  
 Wiks'lje wy sa net goed?  
 Dumain As 't om jo mei,  
 Safolle jit tegearre; en dan guondei. –  
 Katharina Jins masker is grif sûnder tonge, stom?  
 Longaville Jins freegjens reden ken ik, mei 'k betrouwe.  
 Katharina O, dan dy reden, neam har, hurd, hear, kom!  
 Longaville Yn jowes is in dûb'le tonge, frouwe,  
 En myn stom masker gunden jo dy heal.  
 Katharina "Vel", seit de Hollanner; net wier, fan 't keal?  
 Longaville In keal, jongfrouwe?  
 Katharina Nee, in jonker-keal.  
 Longaville Midstwa dat wurd!  
 Katharina En waard ik jo dan heal?  
 Nee, hâld it hiel, oant it him okse wit!  
 Longaville Dy raam jout dêr josels de swierste stjit!  
 Jo hoarnen jaan, ynkeine? Dat dochs nea?  
 Katharina Stjer dan as keal, nea driget dan dat kwea.  
 Longaville Ien wurd mei jo dan, djoerste, ear't it stjert.  
 Katharina Blêrje dan sêft, dat net de slachter 't heart. –  
 Boyet Dy famm'ne spotske tongen, seldsum fyn,  
 Binne as in skearmês-igge, ûnsichtber flymjend,  
 Unsichtber hier weimeanend, hat it skyn;  
 Boppe ferstân fernimstich, stil jin strymjend  
 Fan rede, wylst har tinzen sjitte en fleane,  
 Hurder as kûgel, pylk, wyn, strielen geane.  
 Rosaline Gjyn wurd no mear, jim fammen; dit is d' ein.  
 Biron Ferdeald! Wy allegear troch spot ferslein!



- Boyot Grif, grif, dat is gjin waan,  
 Dûnsjend fan nocht, al hinkje hja fan 't slaan;  
 Roalje jim jeften dan, en, dit nij skoft,  
 Bloei no as roazen yn sa'n simmerloft.
- Prinsesse Hoe bloeie? Neam dat klearder, gjin ûntwyk!
- Boyot Mei maskers bin jim roaz'ne knoppen lyk;  
 Dêrsûnder, readens tear oer 't antlit gloeiend,  
 Lyk ingels sûnder wolken, roazen bloeiend.
- Prinsesse No dan, beret! Wat moatte wy begjinne,  
 As hja hjir stykje wolle lyk hja binne?
- Rosaline Ei frouwe, trochgean mei ús spot, woe 'k ha,  
 Hoe't hja ek komme, maskers foar, of sa.  
 Lit ús tsjin har slim kleie oer dat besyk  
 Fan sotten, rûge Moskowiten lyk,  
 Fersteld stean wa't hja wiene, en ta wat doel  
 Dat foarstik, dat gebear, dat min befoel,  
 Har lomp'ne hâlding, har bespotlik dwaan,  
 Sa'n oanstjit yn ús tinte kaam te jaan.
- Boyot Fammen, beskûl! De helden tsjogge al op.
- Prinsesse Hurd, nei jim tinte, as reeën by in rop!  
*(De prinsesse, Rosaline, Katharina en Maria ôf. Op komme de  
 Kening, Biron, Longaville en Dumain yn har eigen dracht.)*
- Biron Dy fint pikt geast op as de down earten,  
 En bringt dy wer te pas foar eigen setten;  
 Sút'ler yn geastichheid, yn 't lyts te krijen  
 By moeting, merken, feesten, sûperijen;  
 En ús, as keaplju yn it grut, sawier,  
 Miskearret faak syn keunst, syn slach en swier.  
 Hast eltse faam woe him wol folgje as wyfke,  
 En hied er Adam west, ferlaat wie Yfke;

Foarsnije kin hy, sierlik prate; sels  
Syn hân wurdt faai troch hânpatjes oan elts.  
Hy is de deftige aap, monsieur Fan Sinnen,  
Dy't as hy dobbelt, kibbet op 'e stiennen  
Mei seed'ge wurden; ja, hy sjongt tenoar,  
Hoewol te near; en stelt er immen foar,  
Net ien is heal sa hoflik. "Leaf" neamt him  
Elts froumink', en de treppens, by de klim,  
Patsje syn fiet. Hy laket tsjin eltsien.  
Want o, syn tosken, wyt as walfisk-bien!  
En elts gewisse, dat it rêstich stjert,  
Neamt earjend him fan "Huning-fang Boyet".

Kening De tongblier mocht er krije, foar myn part,  
Dat hy dy paazje sa ferbjust're hat!  
*(De prinsesse komt wer op, ynlitten fan Boyet, folge fan  
Rosaline, Maria en Katharina, mei gefolch.)*

Biron Dêr ha wy 't, sjoch! – Fatsoen, wat wiene jo,  
Oant dizze sot de wei jo wiisde? En no?

Kening Heil, leave frouwe, ta in moaie dei!

Prinsesse Moai, mei gâns heil, is min, nei myn ferstean.

Kening Prinsesse, o fetsje better wat ik sei!

Prinsesse Winskje my better, dat wie net ferbean.

Kening Wy woen' jo freegje, it wie ús sa'n geniet  
Jo nei ús hof te lieden; mei dat wêze?

Prinsesse My hâldt dit fjild, hâld jim jim oan jim ied;  
Wurdbrekkers kinne God noch my belêze.

Kening Lis my net leech foar wat jo yn my wekken;  
Jins eag'ne trêft koe myn earm wurd net foar.

Prinsesse Hoe, trêft! Gâns better wie 't fan tsjoed te sprekken;  
Gjin trêft, dy't ea de trou ûntwije doar.

No, by myn fammige eare, jit sa kein  
As d' ûnbesmette leelje, sa stiet dit,  
Earder trochstie ik foltering oant d' ein,  
As dat ik yn jins wente in gast my wit;  
Sa wearzgje ik fan de skuld dy't ieden brekt,  
Sward by de himel, as jins ynmoed sprekt.

Kening Mar jimme libje as yn in wyldernis,  
Nea sjoen en nea besocht; wy moatte ús skamje.

Prinsesse Wier net, myn hear, wier net, jo binne mis;  
Stof is der wol, as wy op wille flamje.  
In tropke Russen hat hjir niis jit west.

Kening Hoe, frouwe, Russen?

Prinsesse Ja, yn wierheid, hear,  
Helden, fol hoaskens, steatlik, grif wurdfêst.

Rosaline De wierheid, frouwe! It is sa net, myn hear,  
Us frouwe jout, lyk wenst is oan it hof  
En tiids manear, dêr ûnfertsjinne lof.  
't Is wier, hjir by ús fjouw'ren kamen fjouwer  
As Russen klaaid, en nei in oere, of gauwer,  
Bin hja wer gien; mar har getsjantel, hear,  
Wie gjin ferstannich wurd by, net ien kear.  
Sot neame mei 'k har net, mar wol mei 'k tinke,  
Wien' hja ferrêde, sotten moasten drinke.

Biron Dy grap is droech. Mar leave, by jins geast  
Is wiisheid sot; sa, skynt de sinne klearst,  
En siket ús skerpst each dy fjoer'ge skyn,  
Swimet foar ljocht it ljocht, en 't each is blyn;  
Sa swiid is ek jins geast, dat dêrnêst liket  
De wizens sot, en earm wat ús beriket.

Rosaline Dan bin jo wiis en ryk, want neffens my –

Biron Bin ik in sot, en heislike earm dêrby.

Rosaline Jo nimme dêr wat jins is; oars wie 't rou  
En rôvje sa myn tonge d' út'ring ôf.

Biron O, jins bin ik, mei al myn goed, myn dwaan –

Rosaline De hiele sot?

Biron Kin ik dan minder jaan?

Rosaline Hok fan dy maskers hiene jo niis foar?

Biron Hoenear? Wêr? Maskers? Wêrta dy hjir neamd?

Rosaline Dêr, doe, dat masker, dat oerstallich stik,  
Dat ús it moaie sjen liet, net de skrik.

Kening Hja ha ús kend! No nytgje hja wis ta.

Dumain Bekenne dan, en meitsje it ta in grap!

Prinsesse Ferbûke, heechheid? Wêrta sok near sjen?

Rosaline Hy swimet, hâld syn holle! Hoe sa bleek?  
O, seesiik, om't er út Moskovië kaam!

Biron O, pleagen reint it foar ús iedbrek al!  
Kin sels in koop'ren antlit soks wjerstean?  
Hjir stean ik, frouwe; los no op dit stal,  
Tref my mei spot, ferhún dit lyts bestean!  
Trochboarje frij myn ûnwit mei dyn geast,  
Snij my yn stikken mei dyn skerp fernim,  
En nea freegje ik te dûnsjen dy, foar treast,  
Nea kom ik wer as Rus ferklaaid by jim.  
Fuort, elts betrou op taspraken, al skreaun,  
Op foardrachtskeunst fan skoallejonges-tongen;  
Fuort, maskers, by 't besykjen fan in freon,  
En leafde op rym, oft bline barden songen.  
Jim, siden siswizen, sêft wurd-beskreppen,  
Fyn mûle-riuwen, gabjen sûnder ein,  
Wanwize bylde-preal, of hieltyd heappen

Dy simmer-miggen maitsen yn myn brein;  
Neat mear dêrfan! Tenei, by dizze want  
(En o, hoe blank de hân dêryn, wit wa?),  
Is al dat skynmoai út myn stykjen band;  
Fyfskaften nee is 't no of sarjes ja;  
Dat ik set yn, faam – no, God stypje my!  
Sûn, *sine limite*, is myn hert foar dy.

Rosaline Gjin sinen, bid ik jo.

Biron

Dat wie in steal

Fan d'âlde kwaal; doch tiid, ik bin jit heal;  
It better't oer allinken. Dy't dêr lije;  
Skriuw "Hear, genede foar ús!"<sup>38</sup> op dy trije;  
Oantaast bin hja, it sit yn 't herte al no,  
De pleage, dy't hja skipe ha fan jo;  
Dizze eallju binne faai, en jim net frij:  
De heare-tekens<sup>39</sup> binne oan jim, jit nij.

Prinsesse Wol frij bin hja, dy't ús dy tekens joegen.

Biron Ferbard bin wy, mar sparje ús, dy't ús foegen.

Rosaline Dat is sa net; want hoe koe 't ea bestean,  
Dat jim, ferbard, ús fergje op leafde' lean?

Biron O stil! Mei jo wol 'k net te meitsjen ha.

Rosaline Krij ik myn sin, dan komt dat ek nea sa.

Biron Doch foar jimsels it wurd; myn geast is op. –

Kening Neam ús foar ús oerdwealskens, frouwe, sei,  
In boete as soen.

Prinsesse Bekenne is bêst, fierwei.

Ha jo, fermomme, hjir net toeve, niis?

Kening Ja, frouwe, wis.

Prinsesse Jo wiene doe goed wiis?

Kening Frouwe, dat grif.

Prinsesse Moai, tige; ei sis my, hear,  
 Wat lúst'ren jo jins frouwe doe yn 't ear?

Kening Dat hja, mear as de hiele wrâld, my gou.

Prinsesse As hja jo oannimt, steeg'rje jo har ôf.

Kening Nee, by myn eare.

Prinsesse Stil, sa rimpen net!  
 Wa't ienris iedbriek, telt gjin ied as wet.

Kening Ferachtsje my, soe 'k my dêroan ûntwine.

Prinsesse Dat sil 'k, en dêrom, hâld him. – Rosaline,  
 Wat hat dy Rus dy lústere yn it ear?

Rosaline Hy swarde, frouwe, ik wie him djoer, jit mear  
 As d' eag'ne sjoene, en heger gou ik him  
 As al de wrâld; en doe moast ik jit hearre,  
 Hy woe my boaskje, of as myn leaver stjerre.

Prinsesse God jou dy lok mei him! Dizze ealman hâldt  
 Earlik syn wurd, en ienris hjir, nea kâld!

Kening Prinsesse, wat wol dit? Sa wier as ien,  
 Dy frouwe haw ik nea sa'n ied oan dien!

Rosaline Al, by de himel; en, jins trou ta rom,  
 Krige ik dit pân doe net? Hear, nim 't werom.

Kening Har, de prinsesse, joech ik jefte en trouwe;  
 Ik koe har oan 't juwiel, ljocht op har mouwe.

Prinsesse Ferjou my, hear, want dat juwiel droech hja,  
 En hear Biron (wol tank!) komt my no ta.  
 Wat winskje jo, my of jins pearls, man?

Biron Gjin ien fan beide, ik doch dêr ôfstân fan.  
 No ha 'k it troch; dit wie in opsteld stik,  
 Mei't ien de rook hie fan ús moai beskik,  
 Om 't as in festeljûns-spul te ferdjerren.  
 Sa'n plomstriker, sa'n strúnder, tûk yn 't hearren,



Wy bin sa dom net, hear, lang net, wat wy witte dat  
witte wy,

Ik hoopje, trijeris trije, hear –

Biron Dat is net njoggen.

Jobbe Under ferbettering, hear, wy witte wêr't it op komt.

Biron Minsken, ik hie altyd tocht, trijeris trije wie njoggen.

Jobbe O godskes, dan wie it net bêst as jo jo brea mei rekkenjen  
fertsjinje moasten, hear.

Biron Hoefolle is it dan?

Jobbe Ei hear, de persoanen sels, de akteurs, hear, dy sille ús  
wol betsjutte hoe heech it komt; wat mysels oangiet, ik  
moat sels, lyk as hja sizze, mar ien man ferhearlikje – ien  
mantsje mar –

Pomplegus de Grutte, hear.

Biron Bisto ien fan de Helden?

Jobbe Hja diene my de eare oan, hear, fan my Pomplegus de  
Grutte weardich te achtsjen; wat my oangiet, ik wit net,  
hoe heech dy Held krekt is; mar foarstelle sil ik him.

Biron Sis har, hja moatte ree wêze.

Jobbe Wy sille der wat moais fan meitsje, hear, wy sille ús bêst  
dwaan.

*(Of.)*

Kening Biron, hja sille ús beskamme meitsje, lit har net tichterby  
komme.

Biron De skande binne wy treast, hear, en it is sa min net fûn,  
En fertoan eat, minder as wy, as de kening en syn bûn.

Kening Wier, ik wol net dat hja komme.

Prinsesse Nee, eale hear, lit dizz' kear my it winne;

Men hat it measte nocht, as de lju der neat fan kinne;  
Dêr't op byfal flyt dien wurdt, en dy't men krije koe

Ferkomt fan d' iver, dy't dêr krekt foar riede soe; –  
Dan bringt dy wyldens jin dochs wille yn 't hert,  
As gruts, sa heislik helle, daalk wer stjert.

Biron In skoane skild'ring fan ús wille, hear!

*(Op komt Armado.)*

Armado O salvich-kroane, ik smeeke om safolle útbliezing fan  
jins swiet-keninklike azem, as nedich is foar it uterjen fan  
in war wurden.

Prinsesse Tsjinnet dizze man God wol?

Biron Wêrom dy frage?

Prinsesse Om't er net sprekt as ien fan God skepen minske.

Armado Dat is like folle, leaflike, swiete, ja huning-swiete hears-  
ker; want ik ferklearje, de skoalmaster is oeribele fan-  
tastysk; te idel, fierst te idel; mar dat litte wy mar oer oan  
de *fortuna della guerra*, lyk as hja dat trochstrings neame.  
Jimme sielen frede, heech keninklike keppeling!

Kening Dit liket wol in seldsume fertoaning fan Helden te wur-  
den. Hy stelt Hector fan Troaje foar; de boer Jobbe, Pom-  
peius de Grutte; de doarps-geastlike Alexander; de paazje  
fan Armado, Hercules; de skoalmaster, Judas Maccabeus;  
En as it dy fjouwer wat meirint foar it bekoar,  
Ferklaaie dy fjouwer har, en stelle de oare fiif foar.

Biron Fiif komme der op, hear, no.

Kening Ei nee, hear, dat mist jo.

Biron De learmonark, de gruthâns, de preker, de sot en de pjut: –  
De smee fan fiif<sup>40</sup> dêrbûten, dan op 'e hiele wrâld,  
Fynt men sa'n fiiftal net, as elts syn styl behâldt.

Kening Hjir strûst it skip al oan, en grif nei winske en wâld.

*(Op komt Jobbe, yn wapenris, as Pompeius.)*

Jobbe “Ik bin Pompeius, –”

- Boyot Neat fan oan! Dat hy?
- Jobbe “Ik bin Pompeius, – ”
- Boyot Moai, dy lûperts-kop oan dy!
- Biron Fiks, âlde spotter! Do wurdst freon mei my!
- Jobbe “Ik bin Pompeius, ek wol neamd de Grouwe, – ”
- Dumain De Grutte!
- Jobbe Ei ja, hear, grut – “Pompeius, ek wol neamd de Grutte; En faak yn ’t fjild, mei swurd en skyld, liet ik myn fijân switte; En reizgjend yn dizze oarde, bin ik bylâns hjir kaam, En lis myn wapens foar de fiet fan Frankryks Faam.” As no jins ealens sizze woe fan “Tank jo wol, Pompeius”, dan wie myn part dien.
- Prinsesse Grutte tank, grutte Pompeius.
- Jobbe It hie net safolle om ’e hakken, mar myn rol koe ik wol goed. Ik fersinde my al effen mei dat “Grutte”.
- Biron Myn hoed foar in botsen, dat Pompeius de bêste fan de Helden is.
- (Op komt Hear Nathaniël, yn wapenris, as Alexander.)*
- Nathaniël “Doe’t ik jit libbe, hearske ik rûnom wiis en skrande; East, West, Noard, Súd oerwûn ik, rjocht en sljocht; Myn skyld ferklearret klear, ik bin dy Alexander, – ”
- Boyot Jins noas seit, nee, net wier, hy stiet fiersten te rjocht.
- Biron En jins noas, ridder, rûkt it; fol swiet nocht!
- Prinsesse Wrâlds hearsker is fan ’t set. Gean troch, freon Alexander.
- Nathaniël “Doe’t ik jit libbe, hearske ik wiis en skrande, – ”
- Boyot Wis, wis, sa wie ’t; dat diene jo, freon Sander.
- Biron Pompeius de Grutte, –
- Jobbe Jins tsjinder Jobbe, hear.

Biron Fuort mei dy wrâldregint, hjirwei mei Alexander!

Jobbe (*Tsjin Nathaniël.*) O hear, jo ha Alexander, de wrâld-oerwinder, omfiersmiten! Dêrfoar sille jo útputt wurde op 'e muorretapiten; jins liuw, dy't mei in grutte bile yn syn poat op it húske sit, sil oan Ajakkes jûn wurde, en dy wurdt dan de njoggende Held. In wrâld-oerwinder, en dan gjin kik sizze doare! Sa'n sêft goed mantsje, earlik en bêst, dêr net fan, mar samar fan de sokken! Sikersonk in bêste buorman, en in skoander kegelspylder; mar as Sander – och, jo sjogge der alles fan, sa'n rol kin er dochs net oan. – Mar der komme noch Helden, dy't wol op in oare wize fan har ôffjurje sille.

Prinsesse Wat oan kant, freon Pompeius!

(*Op komt Holofernes, wapene, as Judas; en Mot, ek yn wapenris, as Hercules.*)

Holofernes “Held Hercules wurdt foarsteld fan dy poarre,  
Waans kneppel Cerb'rus date, in trij'kop *canis*;  
As lytse pjut, in boarterke, gjin boarre,  
Doe smoarde er al twa slangen yn syn manus;  
*Quoniam* hy liket sa petiterich,  
Sis ik jit, hy is leaf, en neat net biterich.”  
Dyn exit no: wês deftich, en ferdwyn!

(*Mot giet fansiden.*)

Holofernes “Judas bin ik – ”

Dumain In Judas!

Holofernes Net Iskariot, hear;

“Judas bin ik, tanamme Maccabeus.”

Dumain Judas Maccabeus sûnder tanamme is neat as in Judas.

Biron Dy patsjende ferrieder! Likest dy?

Holofernes “Judas bin ik – ”

Dumain Nammerste grutter skande foar dy, Judas.  
Holofernes Wat miene jo, hear?  
Boyet Sa meitsje, dat Judas himsels ophong!  
Holofernes Gean jo foar, hear; ik bin jo ta fleur, liket it.  
Biron En dat komt út, Judas hong him op oan in fleurbeam.  
Holofernes Ik lit my hjir gjin kroane op 'e holle sette.  
Biron Nee, want do hast holle noch antlit.  
Holofernes En wat is dit?  
Boyet It haad fan in siter.  
Dumain De kop fan in spjelde.  
Biron In deatskop op in ring.  
Longaville It heal-ôfsliten antlit fan in âlde Romeinske munt.  
Boyet De knop fan Caesar syn kromswurd.  
Dumain It útsniene biennen antlit op in krûdhoarntsje.  
Biron Sint George syn heal wang op in doekspjelde.  
Dumain Mar dan op in leaden-ien.  
Biron En dan op 'e mûtse fan in toskelûker droegen. En no fierder,  
Want wy ha dy holpen oan in goed troanjemint.  
Holofernes Wat! Ik kin de holle der net mear by hâlde.  
Biron Hoe no! En wy ha dy sa'n hollen bean!  
Holofernes Mar ik hâlde der gjin holle by hiel.  
Biron Al wiest in liuw, foar ús hie 't selde west.  
Boyet Om't er in ezel is, ei gun him no syn rêst.  
Farwol dan, leave Júd! Net? Wêrom bliuwst dêr stean?  
Dumain Op wat jit komt fan syn namme.  
Biron As Júd in Held wie – dat dêrta dan. Jud-as, gean.  
Holofernes Dit is gjin dimmen dwaan, net froed, net gol.  
Boyet In ljocht foar Monsieur Judas! Yn tsjuster stroff'let men wol.

Prinsesse Och, earme Maccabeus, wat kaamsto hjir te pal!  
*(Op komt Armado, yn wapenris, as Hector.)*

Biron Krûp wei, Achilles, hurd: dêr komt Hector, yn 'e wapens.

Dumain Al krij ik myn spotten ek thús, no sil ik my fermeitsje.

Kening As men him sjocht, wie Hector mear skoaier as Troajer.

Boyet Mar is dit wier Hector?

Kening Hector, tinkt my, wie minder fyn boud.

Longaville Syn skonken binne mânsker as Hector sines.

Dumain Grif mear kût, dan.

Boyet Nee, hy is riker yn it smelle bejeftige.

Biron Dit kin gjin Hector wêze.

Dumain Hy is in God of in skilder, frjemde troanjes makket er!

Armado “De wapensterke Mars, almachtich mei syn lânse,  
 Joech Hector ien presint – ”

Dumain In fergulde muskaatnú. <sup>41</sup>

Biron In sitroen.

Longaville Mei krûdnagels bestutsen.

Dumain Alhiel beklaud.

Armado Stil no! –

“De wapensterke Mars, almachtich mei syn lânse,  
 Joech Hector, Ilions kroanprins, in presint;  
 Gjinn held belike him fan pûster en fan pânse,  
 Hy focht fan moarn oant jûn, dy skoandere regint!  
 Dy blom bin ik – ”

Dumain Dy munt.

Longaville Dy akelei.

Armado Teamje jins tonge, leave Lord Longaville.

Longaville Dy moat ik nedich wat bod jaan, hja moat tsjin Hector rinne.

Dumain En wêr fynt men better wynhûn?

Armado Dizze leave kriichsman is dea en ferrotte; myn leave pykjes, bûts net op biente fan beïerdigen; doe't hy jit amme, wie hy in man. Mar lit my fuortfarre mei myn kreaasje. (*Tsjin de Prinsesse.*) *Swiete foarstlikheid, weardigje my ta it sintúch fan jins bearren.*  
(*Biron lústert Jobbe wat yn.*)

Prinsesse Sprek, treflike Hector; wy fernuverje ús tige.

Armado O, ik oanbid jins leave genedes toffeltsjes.

Boyet Hy leavet har by de foet.

Dumain By de jelne soe te fier gean.

Armado "Fier wie ik, Hector, Hannibal oermânsk, –"

Jobbe Hja is ûnderweis, maat Hector, hja is ûnderweis, al in ein hinne, twa moanne.

Armado Wat miensto, pringel?

Jobbe Siker, as jo net foar earlik Trojaan spylje, dan is it fanke ta weismiten keard. Nij libben, man; it jout al aardich spul út; en jo binne de heit.

Armado Skandalisearresto my mank de potentaten? Do stjerst.

Jobbe Dan sil Hector gisele wurde, om Jaquenetta dy't wat tefolle libben fan him hat, en ophongen foar Pompeius, dy't er deadien hat.

Dumain Alderkostlikste Pompeius!

Boyet Romrofte Pompeius!

Biron Grutter as grut, grut-grut-grutte Pompeius! Pompeius de reuseftige!

Dumain Hector sidderet.

Biron Pompeius is breinroer. Mear Ates! Mear Ates!<sup>42</sup> Hysje har oan! Hysje har oan!

Dumain Hector sil him útdaagje.

Biron Wis, al hied er net mear bloed yn syn lea as dêr't in flie

fan jimmetsje kin.

Armado By de Grutte Bear, ik daagje dy út.

Jobbe Ik wol net mei in bear fjochtsje, as ien út 'e Noarderherne. En tahouwe wol ik, in swurd wol ik ha. Lit my benammen myn wapens wer liene.

Dumain Romte foar de ûntflamme Helden!

Jobbe Ik wol it yn myn himd dwaan.

Mot Hear, jo meie ek wol ris in knoopsgat leger fêst.  
Sjogge jo net, dat Pompeius him ûnthuollet foar de striid?  
Wat is jins doel? Jins hiele namme giet sa om gychem.

Armado Eallju en kriichslju, ferjeffenis; ik wol net yn myn himd fjochtsje.

Dumain Jo kinne net wegerje, hear; Pompeius hat útdage.

Armado Leave freonen, ik mei en wol wegerje.

Biron En op hokfoar grûnen?

Armado De neakene wierheid is, ik ha gjin himd; ik draach wolle op 't liif, foar boete.

Boyot Ja, dat is him yn Rome oplein, by brek oan linnen; en ik doar derop swarre, sûnt hat er neat mear droegen as in skûldoek fan Jaquenetta, en dy draacht er as in leafdepân op syn herte.

*(Op komt Mercade.)*

Mercade Frouwe, God hoedzje jo!

Prinsesse Wolkom, Mercade,

Lykwols, do ûnderbrekst ús wille hjir.

Mercade Dat muoit my, frouwe; mar myn nijs oan jo  
Weacht op myn tonge, swier. Jins heit, de kening –

Prinsesse Sa wier ik libje, dea!

Mercade Dat wie myn nijs.

Biron Helden, hjirwei! Oer ús toaniel lûkt nacht.

Armado Wat my belanget, ik kin frij sykhelje. Ik haw de dei fan it  
ûnrjocht oanskôge troch it lytse gatsje fan de fernimstigi-  
gens, en lyk in kriichsman sil ik foar myn rjocht riede.

*(De Helden ôf.)*

Kening Hoe fielt jins heechheid har?

Prinsesse Meitsje alles ree, Boyet; jûn reizgje ik ôf.

Kening Dat net, o frouwe; ik bid jo, bliuw jit hjir.

Prinsesse Meitsje alles ree. Jimme eale hearen, tank  
Foar al jim nolke fermeits; en 't is myn bea,  
Riisd út in nij-drôf hert, dat jim ferstean  
't Untskuldigje of ferblomkje wol yn ús,  
As wy faaks mei ús geast te frij ús warden;  
Want hâlden wy ús jamk wat al te dryst  
Yn 't wurde-wikseljen, jim hoaskens, hearen,  
Lei dat meast oan. Farwol, o hege foarst!  
Gjin drôvich hert hâldt fan in fluenske tonge;  
Untskuld'gje my, al tankje ik jo mar koart  
Foar jins ree gunnen fan myn grut fersiik.

Kening It uterst toarntsje Tiid driuwt faak op 't uterst  
Jit alle krêften gear foar ien goed wyt;  
Sa wiist, op 't nipen ôf, soms Tiid jit út  
Wat gjin wiidweidich pleit besljochtsje koe;  
En as it roujend antlit fan in dochter  
Oan leafdes glimkjend stykjen ek de bea  
Untkeart, har mei sa'n hillige ynmoed dien,  
Dochs mei, om't leafde rouwe foar west hat,  
Leeds wolken har net reagje fan dat doel,  
Dat har sa nei is; want om giene freonen  
Te skriemen, bringt net heal sa folle heil,  
As lok om freonen, dy't men jit nij wûn.

Prinsesse Ik fetsje jo net, hear; dit leed stompt ôf.

Biron In sljocht, klear wurd trochboarret licht leeds ear;  
 Ei, fetsje ús foarst oan dizze tekens, frouwe:  
 Wy hawwe, om jim, rju djoere tiid ferdien  
 En boarte mei ús ieden; ja, jim skientme  
 Hat ús misfoarme, froulju, hat ús sin  
 Lyk foar ús sribjen oer steld, altemets,  
 En wat yn ús bespotlik like en dryst –  
 Want leafde is fan útwrydske flinken fol,  
 Djoeit as in bern, sa idel, derten, wyld,  
 Is, foarme fan it sjen, it each ek lyk,  
 Fol foarmen, núv're wensten, wiffë skyn,  
 Feroarlik fan bejei, lyk as faak 't each  
 Syn loaitzen oer ferskaat fan dingen stjoert, –  
 Mar as dy bûnte pronk fan derten leafde,  
 Oantein fan ús, yn jim keine eagen gie  
 Foar eat, dat by ús wearde en ied net foege:  
 Dy himelske eagen, dy't ús flaters skôgje,  
 Ha dêrta sels ús troaid. Dat, eale frouwen,  
 Lyk as ús leafde jimmes wie, lyksa  
 Us flaters. Wy ha ienris ûntrou west,  
 Ienris, om dan foar jimmer trou te bliuwen –  
 Oan dy't ús beide makken, jimme o frouwen;  
 En sa waard ek dy ûntrou, sels in sûnde,  
 Jit suvere, en feroare yn in grut goed.

Prinsesse Jim brieven, fol fan leafde, ha wy krige,  
 En ek jim jeften, leafde' seinboaden;  
 En yn ús famme-plachtsjen seagen wy  
 Dêr tûlkjen yn en boartlik leafde-noft,  
 Wat folling en opsnolking fan de tiid;

Mar djipper, ynliker as sa, ha wy  
Dêr nea oan leaud; dat wy ha ek jim leafde  
Beëndere yn dy styl, as licht fermeits.

Dumain Us brieven, frouwe, seine dochts gâns mear.  
Longaville Us eagen ek.

Rosaline Wy achten dat net sa.

Kening No, yn dizze einichste minút, jou no  
Jim leafde ús jit.

Prinsesse Dy tiid is ús te koart  
Foar 't sluten fan sa'n keap foar d' ivichheid.  
Nee, wier net, hear, jins iedbrek wie te slim,  
Jins heechheid wie te skuldich; dêrom sa:  
As jo eat oer ha foar myn leafde, dat  
Oars wier net hoegde, doch dan dit foar my:  
Jins ied nim ik net oan, mar jou jo dan  
Hurd nei in keal en iensum klûz'nersplak,  
In lang ein fan de willen fan de wrâld;  
Bliuw dêr, oant al de tolve himeltekens  
De rekken fan it jier besletten ha.  
As dat feriensume en strang libben dochts,  
Wat jins hyt bloed my bea, yn wêzen lit,  
As fêstjen, froast, hurd leger, tinne klean,  
De leafde' bûnte blossems 't libben gunne;  
As leafde, soks trochsteand, jit leafde bliuwt:  
Kom dan as dat jier gie en easkje my,  
Easkje, nei jins fertsjinsten, my dan op;  
By dizze famme-hân, dy't jins no pattet,  
Dan bin ik jins; mar oant dy tiid slút ik  
Myn drôvich sels op yn in hûs fan rouwe,  
En wemertriennen reine lit ik dêr

Salang by d' oantins fan myn heite dea.

Wolsto sa net, dan skaat ek hân fan hân,

En nimmen hat yn 't oare herte in pân.

Kening O, weeg're ik dat of mear, soe slomje of rêste

Wat no my krêft jout, dat it têd dêr lei,

Mocht dan op slach de dea myn eagen dwêste;

Myn hert sil went ha yn dyn boarst tenei.

Biron En, leafste, wat foar my dan, wat foar my?

Rosaline Ek jo ha súv'ring brek fan slimme sûnden;

Falsk swarren en sok dwaan hat jo besmet;

Dat, wolle jo wier kâns ha op myn geunst,

Dan tolve moannen hear, en sûnder lins,

Foar soarch oan siken en har lijens bêd.

Dumain Mar, leafste, wat foar my? Sis, wat foar my?

In wiif?

Katharina In burd, rju tier, en trou dêrby;

Dy trije, en trij'ris leafde dan fan my.

Dumain O, mei ik sizze "Tank, ha tank, djoer wiif"?

Katharina Sa net, hear; in hiel jier hear ik gjin wurd,

Dat ta my komt fan leavers sûnder burd;

Dan, as de kening ta ús frouwe komt,

Gun ik jo wol wat leafde, ha 'k de romt'.

Dumain Dan tsjinje ik jo sa lang, yn fêste trou.

Katharina Swar net, want briek jins ied, hoe'n slim beroul!

Longaville Wat seit Maria?

Maria Earst it jier oan d' ein:

Dan it swart fuort, de freon syn wolkom sein!

Longaville Ik wachtsje, al makket my dy tiid hast bang.

Maria Dy liket jo; want wa sa jong, sa lang?

Biron Mym'ret myn frouwe? Djoerste, sjoch my oan,

- En fyn yn 't finster fan myn hert, myn each,  
 Wat dimm'ne bea dêr wachtet op in andert;  
 Lis my in tsjinst op foar myn leafde, lea.
- Rosaline Faak hie ik fan jo heard, myn hear Biron,  
 Ear't ik jo seach; wrâlds grutte tonge neamt  
 Jo in man dy't fol fan spotskens sit,  
 Skerp fan ferlykjen, wûnjend yn syn hún,  
 Dêr't eltsenien de prippers fan fernimt  
 Dy't ûnder it berik komt fan jins geast;  
 Mar mocht it jo no haagje en stykje om my,  
 Wjûd dan dat wjirmkrûd út jins fruchtber brein,  
 (Want oars, mei fêststean, winne jo my net;)  
 Troch fierders tolve moannen, dei by dei,  
 Jins soarch te jaan oan siken, stom fan leed,  
 En earme kjirmers; en jins taak wurdt dit:  
 Mei al de gloeiende iver fan jins geast,  
 Sok krêftleas leed te troaien ta in glimke.
- Biron Hoe? Yn deads kiel jit wille weitsje en laits?  
 Dat kin net, dat is wis ûnmooglikheid;  
 Nee, tûle seit in siele yn deadsneed neat.
- Rosaline Sa boetet op it bêst in spotske geast,  
 Waans ynfloed woartele yn te rynske geunst  
 Dy't domme laitsers oan in nar fergrieme.  
 As grappen 't nimme, leit dat oan it ear  
 Fan dy't se heart, mar nea net oan de tonge  
 Fan dy't se makket; dat, as 't lijers-ear,  
 Dôf fan syn masters siik en near gekroan  
 Jins iíd'le spot ferneart, far fuort dêrmei;  
 Mar weeg'ret it, ban dan dy geast fier fuort,  
 En fan dat brek fyn ik jo frij werom,

Tige op it skik ta jins ferbettering.

Biron Wat, tolve moannen! Kom, gjin nearz'ge taal;

Dan tûlkje ik mar sa lang yn 't hospitaal.

Prinsesse (*Tsjin de Kening*.) Ja, eale foarst, en no sis ik farwol.

Kening Nee, frouwe, want wy tsjogge in ein jit mei.

Biron Us stykjen einet net as 't âld stik sei:

Tys hat Tryn net; mar mei de froulju' geunst

Waard faaks ús klucht komeedzje jit en keunst.

Kening Kom, hear, ien jier en dei; en dan, tink ik,

Komt alles goed.

Biron Te lang, hear, by in stik!

(*Op komt Armado.*)

Armado Swiete majesteit, ei gun my.

Prinsesse Wie dat Hector net?

Dumain Wis, de grutte ridder fan Troaje.

Armado Ik sil no jins keninklike finger patsje, en ôfskie nimme. Ik haw in grut ûnthjit dien; ik haw Jaquenetta ûnthjitten foar har swiete leafde trije jier lang de ploege foar har te stjoeren. Mar, alderheechst sette grutheid, wolle jo ek it petear hearre, dat de twa learde lju gearstald hawwe ta lof fan de ûle en de koekút? It hie folgje moatten oan de ein fan ús fertoaning.

Kening Rop har hurd nei foaren; dat wolle wy.

Armado Hallo! Kom neier!

(*Holofernes, Nathaniël, Mot, Jobbe en oaren wer op.*)

Oan dizz' kant *Hiems*, de Winter;

Hjir *Ver*, Maitiid; de iene fan de ûle,

De oare fan de koekút foarsteld.

*Ver* set yn.

Sang

Maitiid.

As bûtergieltsje en finneblom  
En plomlewierke, sêft en kein,  
Fioeltsje blau en Pinksterrom  
De mieden siere, fier en hein,  
Dan sjongt de koekút, klear fan liet,  
Wat in trouw man te wachtsjen stiet:

Koekút,

Koekút, koekút! O lûd sa near,  
Unnoflik foar in trouw mans ear!

As skepers blieze op hjouwerstrie,  
De boer de tiid heart fan de ljurk,  
De fûgels flechtsje, gau te-rie,  
De faam de pronk kiest foar it wurk,  
Dan sjongt de koekút, klear fan liet,  
Wat in trouw man te wachtsjen stiet:

Koekút,

Koekút, koekút! O lûd sa near,  
Unnoflik foar in trouw mans ear!

Winter.

As jûkels hingje oan oes en stek,  
En skeper Durk fûl hantsjebloast,  
En Tom wer houtsjie moat in rek,  
Fan iis de molke yn d' amer raast,  
As fingers prykje en 't paad is min,  
Hoe't d' ûle jûns dan kleie kin:

Oe-hoe,

Oe-hoe, oe-hoe, in wolkom liet,  
As Japke by de bierpôt stiet.

As lûd de wyn him hearre lit,  
En dûmnys wurd yn 't hoastjen swynt,  
It fûgelt stiif op 't sniefjild sit,  
En Nynke' noas fan readens skynt,  
As apels siizje en elts hat sin,  
Hoe't d' ûle jûns dan kleie kin:  
    Oe-hoe,  
Oe-hoe, oe-hoe, in wolkom liet,  
As Japke by de bierpôt stiet.

Armado De wurden fan Mercurius<sup>43</sup> klinke rou nei de sangen fan  
Apollo. Jim, dy kant, wy, dizz' kant.

*(Allegearre ôf.)*

## Ta ferklearring

- 1 In tige bejftige hynder dat yn 1589 rûnom fertoand waard.
- 2 De fjouwer temperaminten.
- 3 Alde ballade, fan kening Cophetua en in biddelfaam, Penelophon, dy't hy boaske.
- 4 Foar de twakamp bestiene wetboeken. De passado is in útfal nei foaren mei it swurd, en tagelyk sjit de foet foarút.
- 5 Italiaanske moade, yn Shakespeares dagen ek yn Ingelân ynboargere, dat froulju yn 't iepenbier mei maskers ferskynden. It wie oarspronklik tsjin de sinne.
- 6 God jou jo in burd: wurd âlder en wizer!
- 7 Agaastien as sigelstien mei minske-ôfbylding derop.
- 8 By maaie-optochten spile it hynder in foarname rol. Op oanstean fan de Puriteinen (it wie in Roomsk gebrûk) waard it ferballe. Sa waard it in min of mear komyske frage by alle mooglike gelegheden.
- 9 Minime: hielendal net.
- 10 Envoai, slotfers fan in gedicht, dêr't it mei oan immen opdroegen waard. Jobbe mient, it betsjut de oplossing fan in riedsel. Salve is Latynsk foar groete.
- 11 Argus' lichem wie mei eagen besiedde.
- 12 Fan in opstâl ôf wie it wenst dat ealfroulju op harten skeaten, mei in krúsbôge.
- 13 As inkeld it leauwe sillich makket, is betrouwen op goede wurken ketterij.
- 14 In nuveren-ien yn Shakespeares dagen, dy't him ynbylde hear fan de hiele wrâld te wêzen, en troch it folk Monarcho betitele waard.

- 15 Geniveara, de net sa trouwe frou fan kening Arthur.
- 16 Haud credo: ik leau it hielendal net.
- 17 Dictynne, bynamme fan Diana.
- 18 Perge: gean fierder.
- 19 Prikker, twajierrich hart; bylker, trijejierrich hart.
- 20 Pia mater: flues om 'e harsens.
- 21 Mehercle: by Hercules.
- 22 Vir sapit qui pauca loquitur: hy is wiis dy't in bytsje útlit.
- 23 Baptista Spagnolus, ek neamd Joannes Baptista Mantuanus (1448-1518), in Karmelyt, dy't Latynske hardersdichten en kleilieten skreau. "Fauste, precor gelida quando pecus omne sub umbra ruminat" is in sitaat út syn wurk dat by de Latynske les in protte lêzen waard en dat betsjut: Faustus, ik bid jo, mei't de hiele keppel yn it koele skaad wjerkoget. Holofernes brûkt de fraach fan Jaquenetta om as pedant figuer frij assosjearjende syn kennis út te wierjen. "Venegia, Venegia / Chi non te vede, ei non te pregia" is in Italiaansk siske út in learboek Italiaansk fan John Florio en betsjut "Venetië, Venetië / Wa't dy net sjocht, kin dy net appresjearje."
- 24 Yn in wedstriid ferlear Ajax it tsjin Odysseus; hy waard dûm en deade al de skiep fan it Grykske leger, dy't er foar fijannen oanseach.
- 25 In feroardiele, dy't te pronk steld of rûnlaat waard, krige in pompier mei syn misdie derop, foar 't boarst.
- 26 Nestor, jierrich en wiis man. Timon, in misantroop.
- 27 It boek, wurdt de Bibel mei bedoeld.
- 28 Hesperiden, dochters fan Hesperus, dy't yn it tún mei gouden apels de wacht hâlden.
- 29 Satis quod sufficit: genôch is wat foldwaande is (it miel wie krekt behimmele).
- 30 Novi hominem tamquam te: ik ken de man likegoed as jo.
- 31 Trasoanysk: swetserich.
- 32 Peregrinysk: doarmjend.

- 33 Priscianus: ferneamd taalkundige út de sechste ieu. “Ne intelligis, domine?”: begripe jo, hear? “Laus deo, bone intelligo”: God lof, ik begryp it goed. “Videsne, quis venit”: sjoch ris wa’t deroan komt. “Video et gaudeo”: ik sjoch it en bin der bliid om.
- 34 Fjoerpikkerke: driuwerke op wyn of brandewyn, dat brânend trochswolge wurde moast.
- 35 Via: hâld faasje.
- 36 Sneinsletter, fan ien of oare hillige.
- 37 Sint Denis, skutspatroan fan Frankryk.
- 38 Hear, genede foar ús: waard op huzen set dêr’t de pest wie.
- 39 Heare-tekens (hjr de jeften), pestplakken.
- 40 Smeet fan fiif, yn in dobbelspul, dêr’t njoggen en fiif de twa bêste smeten yn wiene.
- 41 Fergulde muskaatnuten en mei tsiisnagels bestutsen sinasapels of sitroenen tsjinnen as nijjierspresintsjes.
- 42 Ate, goadinne fan de twaspjalt.
- 43 Wurden fan Mercurius: Armado bedoelt, nei sokke kostlike muzyk past it bêste proaza net mear.

### *Tafoeging fan Douwe Kalma*

De haadpersoanen yn dit stik hawwe nammen, dy't de belangstelling fan it publyk yn dy dagen (om 1590 hinne) tige hiene. En Armado docht sels tinken oan de Armada (de ûnoerwinlike float). De karakterisearring fan de figueren is jit net sa tige, útsein Biron en Rosaline, dy libje hielendal foar jin. De typearring fan de by-figueren is kostlik. De skoalmaster Holofernes is grif in karikatuer fan ien út Shakespeares eigen jonge dagen.

Lêst men it stik jitris en jitris, dan sil men der al mar mear nocht oan krije, ek oan de "harsengymnastyk". Lykwols it stik is mei al syn wurdboarterijen net serebraal wurden; dêrfoar spylje dream en natoer in te grutte rol; it tilt fan maitiidslibben, al is it oerset yn in foar ús wat frjemde hofsfeer.



## Ferealens as boarne fan ûntrou yn “De Twa Eallju fan Verona”

*Ferealens (leafde) versus trou.*

It tema fan Verona liket in tradysjoneel tema te wêzen, nammentlik leafde versus freonskip. Mar yn dy tiid wie it perspektyf fan 'e man folle wichtiger as dat fan 'e frou, dat leafde versus freonskip komt del op in konflikt tusken de relaasje fan in man mei in man en de relaasje fan dyselde man mei in frou. Yndie, Proteus is de freon fan Valentyn, mar hy wurdt fereale op 'e faam fan Valentyn, Silvia. Hy moat kieze. Hy kiest foar de frou; eins kiest er hielendal net: de ferealens, altyd in dynamysk fielen, is folle sterker as it wat stadige fielen fan freonskip. En dêrmei komme wy by it eigentlike tema, it haadtema fan Shakespeare yn al syn stikken: leafde versus trou. Leafde bringt ûntrou tewei: ferlykje ek de sang oan 'e ein fan “Leafde’s Lêst net Leanne”, dêr’t it maitiidske djoeien as in neare tiid foar troude manlju delset wurdt! En de leafde (ferealens eins) is folle sterker as de trou, en dat is Shakespeare syn grutte fertriet. It dûbele karakter fan leafde kwelt de ûnstjerlike bard: al it geniet, wille en fielen komt út leafde, mar ek ûntrou, pine en oergeunst. En hoewol’t de minske tradysjoneel yn 'e frijheid fan wil kieze kin, liket Proteus likemin as de oare karakters in kar te hawwen: Proteus wurdt in ferkeardenien troch leafde, en Valentyn net. En miskien hat de fatalistyske bard wol gelyk, want men kiest der dochs net foar om al of net fereale te wurden? Niis skreau ik dat tradysjoneel allinne it perspektyf fan 'e man telde. Op dat punt is Shakespeare krekt ek wer modern. Hy jout ek de perspektiven en karakters fan froulju wer. Proteus ferriedt net allinne syn freon troch syn ferealens en troch syn hanneljen op grûn fan syn ferealens. Hy ferriedt ek syn eardere faam Julia, dy’t oprjocht en trou (!) fan him hâldt. Valentyn dêrfoaroer bliuwt yn alles trou, sels

oan 'e freon dy't him ferrette. Valentyn fermoedsoenet him oan 'e ein daalks mei Proteus:

Proteus Myn skande en skuld benearje myn earm hert.  
Ferjou my, Valentyn. As djip fertriet  
Foar sok grut tsjoed foldwaande losjild is,  
Dan bied ik 't dy; ik lij wier likefolle,  
As ik misdien ha kin.

Valentyn Dan bin wy soend,  
En leau ik yn dyn earlikheid fannijs.  
Dy't net foldien is mei berou, heart net  
By ierde of himel thús; want dy bin bliid,  
En sels Gods grime wykt fan him dy't boetet;  
En datsto freonskips macht wer fielste yn my,  
Jou ik, wat mines wie yn Silvia, dy.

[ v - 4 ]

Valentyn giet yn 'e lêste rigel (hjiirboppe) sels sa fier om as teken fan syn fermoedsoening te sizzen dat er al wat sines wie yn Silvia oan Proteus jout. Dat hat in protte lêzers skokt. It sil ek wol net letterlik bedoeld wêze, mar mear as in teken fan hoaskens, in symboalysk kado dat net bedoeld is om wier oannommen te wurden. Mar likegoed is it in aparte rigel, en eins jout it gjin foech, benammen foar Silvia oer. Is it in teken dat de bard freonskip foar de man heger oanslaan woe as leafde foar de frou?

De ein fan it ferhaal is lykas paslik foar in tradysjonele komeedzje: fermoedsoening rûnom, en it goede wint. Valentyn wurdt ommers beleanne foar syn trou: hy kriget permisje fan 'e hartoch en trou mei syn Silvia. Proteus ûntrint straf troch Valentyn syn fielingen foar him, mar wurdt wis net beleanne foar al syn minne deden. Julia, de

eardere faam fan Proteus dy't er ferriedt, wurdt ek beleanne foar har trou: se kriget har Proteus werom.

*Boarnen, datearring en eftergrûn.*

It tema fan leafde versus freonskip wie tradysjoneel goed bekend, dat der binne meardere boarnen foar dit stik. Der is in Spaanske pastorale românse, “Diana Enamorada”, skreaun troch Jorge de Montemayor (1542), dy't in protte oerienkomsten mei “De Twa Eallju fan Verona” hat, en dy't Shakespeare grif koe. Shakespeare hat ek parten ûntliend oan oare boarnen. Sa komt de monolooch fan Proteus yn (II,5) tige oerien mei dy fan in Titus yn in ferhaal fan Boccaccio.

“Verona” wurdt algemien beskôge as ien fan Shakespeare syn eardere stikken. It wurdt neamd troch Francis Meres yn syn “Wit's Treasury” (published in 1598), dat it moat yn alle gefallen foar dy datum skreaun wêze. Omdat it stik hjir en dêr wat simpel is en al te fluch troch de bocht giet, wurdt tocht dat it ien fan syn earste stikken is.

Der sitte wat ynkonstistinsjes yn dit toanielstik. Guon kritisy tinke dêrom dat in earste ferzje letter hastich werskreaun is troch Shakespeare.

*Sublimearre biseksualiteit as boarne fan ynspiraasje.*

Der wurdt faak útholden dat in skriuwer syn persoanlik aard neat fan dwaan ha soe mei syn Keunst mei grutte K. Dat bart dan troch minsken dy't bang binne dat in keunstwurk oan gewicht ferliest as men it ferbynt mei leech-by-de-grûnske autobiografyske details fan 'e skriuwer. Dy bangens is net reëel: in skriuwer is ek mar in minske en mei it wêze. En fierder, fansels is it wurk fan in skriuwer te'n djipste ferbûn mei syn aard en dus ek mei syn seksualiteit en emosjoneel patroan. Shakespeare is dêr gjin útsûndering op. Boppedat docht psychologisearjen oer de auteur neat ôf oan 'e krêft fan it wurk.

Likegoed as yn “Leafde’s Lêst net Leanne” is der ek yn “Verona” sprake fan in sterke identifikaasje fan ’e skriuwer mei froulju, benammen mei de lijende Julia. Julia hâldt fan Proteus nettsjinsteande dat er net mear fan har hâldt. Mei sok lijen liket Shakespeare him sterk te identifisearjen; ferlykje ek it sterk ynfield portret fan ’e troch leafde en ferrie lijende Adriana yn “In Komeedzje fol Fersinnen”. Ja, Shakespeare hat miskien de stikel fan sear en oergeunst út eigen ûnderfining wol kend. En allyksa op in wiffe man fereale west. De sonnetten lykje dêrfan te tsjûgjen. Der wurdt wol grute dat syn grutte leafde de Earl fan Southampton west ha soe, njoggen jier jonger as Shakespeare. Okkerdeis is der in nij portret fan ’e man boppe wetter kommen. It is sa nichterich dat it fûle diskusjes opropfen hat oer Shakespeare syn seksualiteit yn ’e Ingelske kranten.

Mar de grutte bard makket fan syn persoanlike ynstek altyd in funksjoneel-literêre. Om Proteus nei te reizgjen beslút Julia har yn manljuskean te stekken. In frou allinnich kin ommers net maklik frij omreizgje. Shakespeare is him bewust fan slachtebûne sosjale rollen, oars as gewoane skriuwers, en stelt se sa oan ’e oarder. Mei’t Proteus it feintsje (Julia as paazje) wol oantreklik fynt, en oare manlju ek (de Weard), stelt er de sosjale beheiningen fan seksuele rollen oan ’e oarder. Gjin skriuwer dy’t soks docht. Shakespeare lit him dúdlikernôch as in “gender-bender” kenne, lykas wannear’t Lucetta Julia freget en kies har manljuskean út:

Lucetta Nei hokfoar moade, frouwe, moat jins broek?

Julia Dat heart hast krekt sa moai as “eale hear,

Hoe wiid begeare jo jins hoeperôk?”

Ei, kies de moade, dy’t dy bêst foldocht.

[ II - 7 ]

Julia hat der wol nocht oan en tsjoch manljusklean oan. En hoe moai heart it eins om te hearren “eale hear / Hoe wiid begehare jo jins hoeperok?”

Yn 'e bosk is de ynfloed fan it sosjale, goed of ferkeard, der net. Proteus lit him dêr fan syn minste kant sjen as er driget Silvia mei geweld te nimmen. Valentyn dêrfoaroer bliuwt himsels, in man waans deugd út himsels komt, net ôftwongen wurdt troch de maatskippij lykas by de fûgelfaaien ta in hichte it gefal is. Yn 'e bosk wurdt dúdlik wa't fan natuere deugdsom is.

Julia moat harsels uterlik feroarje om Proteus nei te reizgjen en dêrtroch brekt se in sosjale konvinsje: froulju moatte ommers frouljusklean oan ha. It is lykwols Proteus syn skuld dat se yn manljusklean efter him oan moat, en sa't se sels seit:

O Proteus, readzje soest ta dit habyt!  
Beskamje dy, dat ik sa skûl gean moast  
Yn dit ûnsedich klaad, as 't skamsum is  
Sa leafde te fermomjen!  
Want sa tinkt sedichheid: sa slim is 't net,  
Feroarje froulju 't klaad, as manlju 't hert.  
[ v - 4 ]

Sa wurdt it tema fan trou en ûntrou yn it gruttere ramt pleatst fan it tema fan stabiliteit en feroaring, en fan skyn en werklikheid. Want Proteus hinget noch in lang skoft de deugdsume út wylst er dwaande is Valentyn syn delfal te bewurkmasterjen. En Julia giet foar man troch wylst se in frou is.

Yn 'e midsieuwen waard de man as stabyl en betrouber sjoen, de frou as malkerich en ûnbetrouber. By Shakespeare, ûnkonvinsjoneel sjeny, sjogge wy it omkearde. Yn “In Komeedzje fol Fersinnen” is

Adriana trou, Antipholus ûntrou, yn “Leafde’s Lêst net Leanne” binne de fjouwer manlju ûntrou oan har earste gelofte, en yn “Verona” is Proteus ûntrou. Yn dy gefallen is de man yn ’e leafde ûntrou, de frou trou. Dat patroan typearret de iere Shakespeare. En it hat alle kâns dat op it stik fan trou en ûntrou Shakespeare syn fisy korrekter is as de midsieuske fizy, lykas yn ús tiid út wittenskiplike stúdzjes wol bliken dien hat. Alsa klaget Shakespeare de ûntrou fan ’e man oan. En dêrom ferfettet Proteus alsa Julia har rede:

Want sa tinkt sedichheid: sa slim is ’t net,  
Feroarje froulju ’t klaad, as manlju ’t hert.  
Proteus As manlju ’t hert! O, wier is ’t! Wie de man  
Mar trou, hy wie folmakke; mar dat iene  
Laadt skande en skuld op him, sa slim as ’t kin;  
Syn wifsin wykt foar leafdes wier begjin.  
[ v - 4 ]

Julia har manljuskean, in oerflakkige feroaring en allinnich yn skyn in slim brek, kontrastearret mei de ynderlike feroaring fan Proteus, dy’t de skyn fan deugd hâldt mar yn werklikheid in slim brek fer-toant. Sa stelt de Bard net allinne de geslachtlike rollen oan ’e oarder mar brûkt se ek daalks om de tema’s fan trou en ûntrou, skyn en werklikheid wer te jaan.

ERIC HOEKSTRA  
MEXICO CIUDAD  
juny 2003

De twa eallju fan Verona

## Persoanen

*De Hartoch fan Milaan,*  
heit fan Silvia.

*Valentyn en Proteus,*  
de Twa Eallju.

*Antonio,* heit fan Proteus.

*Thurio,* in sotte meistiker fan Valentyn.

*Eglamour,* in stiper fan Silvia by har flechtsjen.

*Flink,* in bysfeint, tsjinder fan Valentyn.

*Lâns,* allyksa fan Proteus.

*Pantbino,* tsjinder fan Antonio.

*Weardsman,*  
by wa't Julia tahâldt.

*Fûgelfaaien,* mei Valentyn.

*Julia,* leave fan Proteus.

*Silvia,* leave fan Valentyn.

*Lucetta,* keamerjuffer fan Julia.

*Tsjinders, Muzikanten.*

## BEDRIUW I

### TOANIËL I

*(Verona. Op komme Valentyn en Proteus.)*

- Valentyn Belês my, Proteus, freon, no langer net;  
In feint dy't altyd thús sit, wurdt nea wiis.  
As net de leafde' krêft dyn jonkheid bûn  
Oan dyn fereare frouwe' mylde loaits,  
Dan frege ik, hâld my leaver selskip, freon,  
Datsto om fierrens ek wrâlds wûnders sjochst,  
As datsto yn sa'n sleauwens sûnder piid  
Dyn skoand're jonkheid dodzjend thús ferdochst.  
Mar nosto leafhast, leavje troch, fol tier,  
Lyk ik grif sels ek dwaan sil, is 't safier.
- Proteus Dat, fuort wolsto? Farwol dan, Valentyn!  
Tink oan dyn Proteus, asto reizgjend faaks  
Eat bûtenwenstichs en rju seldsums sjochst.  
As 't lok dy mei is, winksje dan, dat ik  
Diel oan dyn blydskip hie, en yn dyn need  
(As faaks ea need dyn wei bedriigje mocht),  
Draach oan myn hill'ge bea dyn soarch dan op;  
Ik wol dyn bidfeint wêze, Valentyn.
- Valentyn Dy't foar myn heil bidt út in leafde-boek!  
Proteus Ut ien dat leaf my is, leau dat foarfêst.

- Valentyn Sa'n ûndjip teltsje oer djippe leafde grif,  
Hoe't oer de Hellespont Leander swom.<sup>1</sup>
- Proteus In djip ferhaal fan djipper leafde is dat;  
Wie hy net oer syn skuon yn leafde wei?
- Valentyn Wis, en do bist dêr oer dyn learzens yn,  
Mar oer de Hellespont swomsto dochs net.
- Proteus Oer learzens? Wolsto my belearzje, maat?
- Valentyn Nee, mar beleare wol; dat driuwt.
- Proteus Hoe dat?
- Valentyn Dyn leafde keapet dy foar klachten hún,  
Foar suchten fan dyn hert wat sedich sjen,  
Foar tweintich drôve nachten ien tel nocht;  
Asto al winst, dy winst is sûnder baat;  
Ferliesto, wis, dan winsto, lêst alteast;  
En sa hast mei dyn geast dy sottens kocht,  
Of sottens hat dyn geast yn 't lijen brocht.
- Proteus Dan, neffens dit petear, neamsto my sot.
- Valentyn 'k Ha soarch, myn freon, do bist it, fan dyn hert.
- Proteus Op Leafde skimpst, mar Leafde bin ik net.
- Valentyn Leafde is dyn hear, want hy behearsket dy;  
En ien, dy't sa it jok draacht fan in sot,  
Kin net te boek stean by de wiiz'ne tal.
- Proteus Dochs sizze ús skriuwers, lyk it rûpke fret  
Yn swietste knoppen, wennet leafde faak  
Fertarrend yn de heechste en rykste geast.
- Valentyn En, sizze ús skriuwers, lyk as d' ierste knop  
Al oantaast fan de rûp is ear't hja bloeit,  
Sa wurdt de jonge geast troch leafde' wurk  
Alhiel ferdoarn, en wylget yn de knop,  
En yn syn maitiid al fergiet syn grien,

Mei al it kein ûnthjit op letter bloei.  
Mar wêrom sa myn tiid fergriemd mei rie  
Oan dy, oanbidder fan dat sljocht begear?  
Jitris farwol; want by de haven wachtet  
Myn heit, om my te bringen op it skip.

Proteus Safier gean ik dan mei dy, Valentyn.  
Valentyn Nee, Proteus, lit ús ôfskie nimme no,  
En stjoer by brief my nijtsjes nei Milaan,  
Oer hoe't it dy yn leafde giet, en wat  
Hjir fierder bart, wylst ik om fierren bin;  
En mines gean sa op besiid nei dy.  
Proteus Dan alle lok en heil, dêr yn Milaan!  
Valentyn Foar dy hjir likefolle; en no, farwol.

(Of.)

Proteus Hy makket jacht op eare, as ik op leafde;  
Hy skaat fan freonen, dat er rom har wint,  
Ik fan mysels, fan elts, om't leafde lûkt.  
Do, Julia, do hast my omtsjoend, lea;  
Dat ik, myn stúdzje wers, myn tiid fergriem,  
Goe-rie fersmyt, de wrâld mear tel noch neam,  
En geast en hert ferswakje mei gedream.

(Op komt Flink.)

Flink Hear Proteus, seine! Wie myn master hjir?  
Proteus Krekt fuortgien, om oan board en nei Milaan.  
Flink Tweintich tsjin ien dan, is er no al skips,  
En ik, him bjuster, bin foargoed in skiep.  
Proteus Wis, want in skiep ferdoarmet faken gau,  
As net de skeper soarchsum is en trou.  
Flink Dan wolle jo ha, dat myn master in skeper is, en ik in  
skiep?

Proteus Just.

Flink Dan binne myn hoarnen syn hoarnen, oft ik weitsje of sliep.

Proteus In andert fan neat, krekt wat men fan in skiep ferwachtet.

Flink Dat, dat makket my al wer ta skiep.

Proteus Ja, en dyn master ta skeper.

Flink Nee, dat kin ik mei in goed bewiis ûntstride.

Proteus It moat al nuver gean, of ik set dêr in sterker foaroer.

Flink De skeper siket it skiep, en net it skiep de skeper, mar ik sykje myn master, en myn master my net; dat, ik bin gjin skiep.

Proteus It skiep rint de skeper nei om foer, en de skeper rint net om foer it skiep nei; do folgest dyn master foar lean, en dyn master folget dy net foar lean; dêrom bisto in skiep.

Flink Jit sa'n bewiis, en ik sil fan Baa! roppe moatte.

Proteus Mar hark ris! Hasto myn brief oan Julia jûn?

Flink Ja, hear; ik, in wyld skiep, joech jo brief oan har, in wif skiep, en hja, in wif skiep, joech my, it wyld skiep, net safolle foar myn skreppen.

Proteus De finne wurdt sa suver te lyts, foar sa'n protte skiep.

Flink As der tefolle fan de grûn frege wurdt, koene jo har bêst yndriuwe.

Proteus Nee, dêr bist de wei wer bjuster; dan sil ik dy wol fine.

Flink Dat hoecht net, hear, ik bin hjir al, en ik hoech net iennis in pûn foar it bringen fan dat brief.

Proteus Do fettest my ferkeard; dan woe ik dy yn 'e skieppeskuorre ha.

Flink In daalders plakje grif! Mar dochs, en sûnder twingen, Te min, hear, om jins lea sa goed jins brief te bringen.

Proteus Mar wat sei hja? (*Flink knikt.*) Knikte hja?

- Flink Ja.
- Proteus Knikte fan ja? Dan kin ik, ja?
- Flink Dat is fier mis, hear, it bleau by in knik.
- Proteus Goed, mar knik, dat is, fluch sein, kin ik.
- Flink As jo sa'n slach ha fan stikkenmeitsjen, hâld dan it lytsjild mar.
- Proteus Man, nee, dat silsto ha foar it oerbringen fan it brief.
- Flink No, hear, ik fernim al, dat ik mei myn dragen jins bedragen ferdrage moat.
- Proteus Watfoar in betiisde dragerij hâldst my no tefoaren?
- Flink Ei hear, ik ha jins brief dragen as in trou feint, en jo ha my mei neat leanne as in stikken knikje.
- Proteus Mieri, maat, do bist al fluch fan geast.
- Flink En dochs kin dy jins sleauwe pong net ynhelje.
- Proteus Kom no, praat no oan op it stik: wat sei hja?
- Flink De pong iepen, hear, dan rûgelje it jild en it nijs inoar temjitte.
- Proteus No goed, dat is dan foar dy. Wat sei hja?
- Flink Wier hear, it wol my net oan dat jo har krije.
- Proteus Wêrom net? Koesto soks oan har fernimme?
- Flink Hear, nimmen moat men by har net fan prate, sels gjin dukaat koe der foar my ôf foar it bringen fan jins brief; en as hja al sa hurd tsjin my wie, dy't jins tinzen mar oerbrocht, haw ik soarch dat hja like hurd tsjin jo wêze sil, as jo har jins tinzen sizze. Jou har oars neat as stiennen presint, want wier, hja is hurd as stiel.
- Proteus Wat! Hat hja dan neat sein?
- Flink Nee, net ienris "hjr hast wat". Mar jo, hear, jo tankje ik foar jins rynskens, want jins rykdom is wol mei in kwartsje bekoarte; en, om jo dat te ferjildzjen, hear, sil ik

myn master mar de groetenis fan jo dwaan. (*Flink ôf.*)  
 Proteus Ja, fuort mar, dat jim skip behâlden bliuwt,  
 Want nea kin it fergean mei dy oan board;<sup>2</sup>  
 Dy wankt foarfêst in droeger dea oan wâl.  
 Der moat in weard'ger boade nei har ta;  
 Ik eangje, Julia hat myn brief net teld,  
 Om't hja it krige troch sa'n fint fan neat.

(*Of.*)

TOANIEL 2

(*Yn Julia's tûn. Op komme Julia en Lucetta.*)

Julia Lucetta, sis, no't hjir oars nimmen is,  
 Soesto my riede en wurd fereale? Ja?  
 Lucetta Wis, frouwe, mar jou acht en stroff'lje net.  
 Julia Wa, fan de smite kreaze manlju hjir,  
 Dy't eltse dei my sykje foar petear,  
 Is meast myn leafde weardich, yn dyn each?  
 Lucetta Ei, neam har jitris op, en ik neam jo  
 Myn oardiel, nei myn eigen sljocht begryp.  
 Julia Wat tinkt dy fan de treftige Eglamour?  
 Lucetta In ealman klear fan reden, kant fan lea,  
 Mar wie ik jo, dan waard hy mines nea.  
 Julia Wêr soest Mercatio, dy't ryk is, ha?  
 Lucetta Syn rykdom tige heech, himsels sa-sa.  
 Julia En dan dy hoaske Proteus, wat foar him?  
 Lucetta Hear, hear! Sa'n sottens yn jin, 't is wol slim!  
 Julia Hoe no! Wat wûnders seit dy namme dy?  
 Lucetta Ferjou my, frouwe, skamje moast ik my,

Dat ik, sljocht faam, net heger as in oar,  
 Dy grutte hearen sa frij hifkje doar.

Julia En wêrom net mei d' oaren Proteus ek?

Lucetta Om't ik fan him, mear as fan d' oaren sprek.

Julia Ut hokfoar grûn?

Lucetta In frouljus-grûn, want oare haw ik net.  
 Ik tink sa oer him, om't ik him sa tink.

Julia En woesto, dat ik him myn leafde joech?

Lucetta Ja, as dat gjin fersmiten wie by jo.

Julia Fan allegear lit hy my meast mei rêst.

Lucetta Hy leavet jo fan allegear grif bêst.

Julia Syn swijen seit, hoe lyts syn leavjen is.

Lucetta Besletten fjoer baarnt fûlst, en waarmet wis.

Julia Hy leavet net, dy't sok ding foar him hâldt.

Lucetta Minst leavet, dy't soks útgeit foar de wrâld.

Julia Wist ik mar wat hy tinkt!

Lucetta Lês dit pompier dan, frouwe.

Julia *Oan Julia.* Fan wa kaam 't?

Lucetta Dat seit jo d' ynhâld wol.

Julia Sis dan, wa joech it dy?

Lucetta Hear Valentyn syn feint, en Proteus hie 't grif stjoerd;  
 Hy hie 't jo oars wol jûn, mar op dat pas kaam ik,  
 En naam it oan foar jo; ferjou my dat slim stik.

Julia In moai gekeppel, by myn sedichheid!  
 Do weagest it en lit sa'n lossens yn?  
 Mûskoppest tsjin myn jonkheid en spanst gear?  
 No siker, 't is in seldsum earber amt,  
 En do betûfternôch foar sok fraai wurk!  
 Dêr, nim dat brief, besoargje it daalk werom,  
 Of nea wol ik dy wer foar eagen ha.

Lucetta In leafde-pleit fertsjinnet lean, gjin haat'.

Julia Giest no?

Lucetta Jo fine by josels wol baat.

(Of.)

Julia Hie ik it dochs mar ynsjoen, dat sleau brief!

Ik moast my skamje, rôp ik har werom,

En troaide ik har ta 't kwea, dêr't ik om kibbe.

Wat dom! Hja wit, ik bin in faam, en dochs

Twingt hja dat briefke net myn eagen op!

Want fammen sizze út sedichheid meast nee,

Dat hja fan d' oar ferstien ha wolle as ja.

Fij, fij! Wat is dy sljochte leafde dwers,

In noartich bern, dat sels syn fiedster klaut,

En dan, alhiel lytsman, de roede pattet!

Wat brimstich bande ik hjir Lucetta wei,

Doe't ik mar al te leaf har hâlden hie!

Wat learde ik strang myn antlit swart te sjen,

Wylst, dreaun fan lok, myn herte glimkje moast! –

Ik boetsje, en rop Lucetta no werom,

Dat hja my dat sot dwaan fan niis ferjout.

Lucetta, sei!

Lucetta Ja, frouwe, wat wie 't no?

Julia Is 't iterstiid sawat?

Lucetta Ik woe, it wie 't,

Dat jo op 't iten kuollen jins min sin

En minder op jins faam.

Julia Wat krigesto dêr niis sa hoeden op?

Lucetta O, neat.

Julia Wêr bûchsto dy dan foar?

Lucetta Om in pompier,

Dat my ûntfoel.



Lucetta Hja hâldt har fij; mar tige stie 't har oan,  
 As jit sa'n brief har noartich meitsje doarst. (Of.)

Julia Nee, wie ik om datselde jit mar lilk;  
 O minne hannen, wreed ta leafde' wurd!  
 O meeppen, huning-rôvers, jim, waans stek  
 De diig're bijen, dy't har meitsje, daat!  
 Elts stikje patsje ik no, en boetsje sa.  
 Sjoch, dêr stiet "Leave Julia". Hurde Julia,  
 Ta in kastijing fan dyn ûntank smyt  
 Ik tsjin dy wrede stiennen hjir dyn namme,  
 En húnsk fertraapje ik sa dyn grutske waan.  
 Sjoch, "leafde-wûne Proteus" stiet dêr jit;  
 O earne skeinde namme! As bêd nimt no  
 Myn boarst dy op, oant, hiel, dyn wûne slút;  
 Mei dizze pea dy't hielet, súv'rje ik har.  
 Twaris of trij'ris stiet hjir Proteus skreaun;  
 Byn yn, wyn, blies dy wurdjes net hjirwei,  
 Oant ik wer eltse letter fûn fan 't brief,  
 Mar net myn namme; lit in wirrelwyn  
 Dy fiere nei in grous'me, steile rots,  
 En him dêr jeie yn de ferwoed'ne see.  
 Sjoch, sines stiet dêr twaris yn ien rigel:  
 "Dizze earne Proteus leafde-sike Proteus  
 Oan leafste Julia"; dat skuor ik ôf;  
 Nee, dochs net, want hy knottet mines leaf  
 Oan syn sa wee-beladen nammen fêst.  
 Sa tear ik 't yn, ús nammen op inoar;  
 Patsje en omearmje en striid no, lyk jim haget.

Lucetta Frouwe,  
 It miel stiet ree, jins heit ferwachtet jo.

Julia Dan, lit ús gean.  
 Lucetta Bliuwe dy snipels, as ferfyskers,<sup>3</sup> dêr?  
 Julia Hasto dêr sin by, krij se dan leafst op.  
 Lucetta Ik krige in fodskuorring en hja bin skuord,  
 Mar mei moatt' hja, oars skykje hja faaks kjeld.  
 Julia Ik sjoch wol, wûnd're wiis bisto dêrmei.  
 Lucetta Ja, frouwe, sis mar wat jo sjogge; ik sjoch  
 Allike goed, al tinke jo, ik sliep.  
 Julia Kom, kom no, sil 't ek wêze?

*(Beide ôf.)*

TOANIEL 3

*(Hûs fan Antonio. Op komme Antonio en Panthino.)*

Antonio Panthino, hokfoar wichtich praat hold niis  
 Myn broer dy yn de pyldergong mei op?  
 Panthino Oer syn iemsizzer Proteus wie 't, jins soan.  
 Antonio Al! En wat wie 't?  
 Panthino Nij, die 't him, dat jins ealens  
 Goedachte, dat dy thús syn jonkheid sliet,  
 Wylst folle lju fan leger stân har soannen  
 De wrâld ynstjoere foar in better steat,  
 Guon, om har lok te sykjen yn de kriich,  
 Guon, dat hja flamje op eilannen fierwei,  
 Guon nei de hegeskoallen, leardheids honk.  
 Foar hokfoar, ja foar eltse fierd're foarming,  
 Ferklearre er, doogde Proteus sûnder mis,  
 Dat hy fersocht my, oanstean moast ik jo,  
 Dat dy syn tiid net langer thús ferdie;

- Want âlder krige er oars gâns lêst derfan,  
 Dat hy net yn syn jonkheid reizge hie.
- Antonio Dêr hoechsto net my fûl op oan te stean;  
 In hiele moanne al tôgje ik dêrmei om.  
 Gâns haw ik mimere oer syn tiidsferlies,  
 En dat hy him nea goed as man ûntjout,  
 As net de wrâld him foarmet en beleart.  
 Gjûn ûnderfining wint men as troch kriich,  
 En ryp wurdt hja mei 't rêde tiidsberin.  
 Sis my, wêrhinne stjoer ik him dan bêst?
- Panthino Ik tink, jins ealens hat der wol fan heard,  
 Hoe't Valentyn, syn jonge freon, oan 't hof  
 Us keizers heechheid tsjinnet yn Milaan?
- Antonio Dat wist ik, ja.
- Panthino My tinkt, jins ealens, dy wei foege ek him;  
 Dêr leart hy goed de keunst fan lânse en swurd,  
 Heart hoask petear, giet mei rju eallju om,  
 En dêr leit eltse wurksomheid te hân,  
 Dy't mei syn eale berte en jonkheid strykt.
- Antonio Dy rie stiet my wol oan, do retst my goed,  
 En datst fernimst hoe wiis ik dêrmei bin,  
 Sil ik ta útfier bringe watsto seist;  
 Op slach, dat dêr gjûn tiid ferlern mei giet,  
 Wol ik him stjoere nei ús keizers hof.
- Panthino As ik it neame mei, hear, Don Alfonso,  
 Mei oare hearen fan rju steat, giet moarn  
 Op reis, dat hja de keizer groetsje, en him  
 Har tsjinsten biede, lyk him haasje sil.
- Antonio Goed selskip; dêr sil Proteus dalik mei;  
 Dêr komt er – moai; dan sis ik him dit fuort.

*(Op komt Proteus.)*

- Proteus O brief, o leafde, o libben, swiet bin jim!  
Dit is har hân, yn tsjinst fan har djoer hert,  
Dit is har leafde-ûnthjit, har eare' pân.  
O meie ús heiten, ien mei ús fan sin,  
Us lok besiig'lje troch har meistimming!  
O himelske Julia!
- Antonio Wat no? Wat brief wiest dêr oan 't lêzen, sei?
- Proteus As it jins ealens haget, 't wiene mar  
Wat groetenissen, stjoerd fan Valentyn;  
In freon dy't by him west hie, brocht se my.
- Antonio Jou my it brief, dat ik dat nijs ris lês.
- Proteus Hear, nijtsjes bin der net; hy skriuwt net oars  
As dat er lokkich is, gâns freonen hat,  
Dat eltse dei de keizers geunst him siert;  
Hy woe, ik dielde dêr as freon syn lok.
- Antonio En hoe stiesto dêrûnder? Woest dat ek?
- Proteus Hear, nei jins heech begearen foegje ik my,  
En by in freonewinsk giet soks net út.
- Antonio Wat ik begear, strykt hjir wol mei syn winsk.  
Tink net, dat ik te hurd fan steapel rin,  
Want wat ik wol, dat wol ik; dêrmei út.  
Besletten haw ik, oan ús keizers hof  
Silsto ek toevje, in set, mei Valentyn;  
En lyk syn folk syn steat dêr ûnderhâldt,  
Sa'n talage silsto ek ha fan my.  
Ha moarn dan alles ree foar dyn fertsjen;  
En lis hjir net tsjinyn: ik stean derop.
- Proteus Hear, sa gau ha 'k net alles foarinoar;  
Beleaven, hifkje dit in dei-twa jit.

- Antonio Hark ris, watsto jit brek hast, wurdt wol stjoerd;  
En no gjin neuljen fierders; moarn moatst fuort.  
Kom mei, Panthino; doch do tige war,  
Dat hy gau reizgje kin.
- Proteus Sa haw ik, bang foar baarnen, 't fjoer goed mijd  
Mei flechtsjen yn de see, dêr't ik yn sink.  
Ik doarst heit Julia' brief net lêze litte,  
Dat hy myn leafde tsjinkear die yn neat,  
En no, krekt mei't ik my dêr wei foar wûn,  
Hat hy myn leafde tsjinkeard op it slimst.  
O, dizze leafde-maitiid liket meast  
Op in aprildei, leaflik mar ûnwis,  
Dy't sinne' skientme hearlikst prealje lit,  
En daalk wer bringe wolken tsjusternis.
- Panthino Jins heit, hear Proteus, ropt fannijs om jo.  
Hy is slim hastich, dat ik bid jo, gean.
- Proteus Sa stiet it: twongen seit myn hert fan ja,  
En dochs, wol tûzen kearen slacht it nee.

*(Beide ôf.)*

## BEDRIUW II

### TOANIEL I

*(Milaan, yn it paleis fan de Hartoch. Op komme Valentyn, Flink en Silvia.)*

- Flink Jins want, hear.
- Valentyn Mines net, dy haw ik oan.
- Flink Mar ien, hear; sjoch, hy fljocht jo sa mar oan.
- Valentyn Lit sjen! Wis, mines is 't; gau, jou him my!  
O pronk, in godlik eat hie wente yn dy!  
Oh Silvia, Silvia!
- Flink Hei, juffer Silvia, juffer Silvia!
- Valentyn Wat moat dat, hearskip?
- Flink Hear, hja is net te beroppen.
- Valentyn No, hearskip, wa hiet dy har te roppen?
- Flink Jins achtberheid, hear; oars ha 'k my ferheard.
- Valentyn Do bist ek altyd foarbarich.
- Flink En lêst waard ik útheuvele om myn stadigens.
- Valentyn Rin hinne! Mar sis my, kensto frouwe Silvia?
- Flink Har dy't jo leavje, hear?
- Valentyn Fint, hoe witsto dat ik immen leavje?
- Flink Ei, hear, oan dizze bysûndere tekens; foarst, jo ha, krekt as hear Proteus, jo oanwend jins earms te krusen, as ien dy't min syn moed hat; en in leafde-sankje, dêr genietsje jo fan

as in readboarstke; en jo rinne allinne om, as ien dy't de pest hân hat; jo suchtsje, as in skoaljonge dy't syn ABC net mear ken; jo skrieme as in jongfaam, dy't har beppe op 't hôf brocht hat; jo fêstje, as ien dy't hongjerje moat om syn sûnens; jo loere om jo hinne, as ien dy't bang is dat men him bestelle sil; en jo prate sa grinerich as in biddeler mei Alderheljen. Oars, as jo laken, kraaiden jo as in hoanne; rûnen jo, jo trêden as in liuw; fêsten jo, dan wie it daalk nei it middeismiel; seagen jo drôf, dan wie it fan ferlet fan sinten; mar no binne jo fan jo swietert sa omkeard, wier, ik ken jo mar amper mear foar myn master.

Valentyn Kinne hja al dy dingen yn my fernimme?

Flink Eltsenien kin al dy dingen fernimme bûten jo.

Valentyn Bûten my? Unsin.

Flink Bûten jo? Bûten kiif; want wiene jo net sa bûten roai ûnnoazel, dan fernaam nimmen eat dêrfan; mar jo binne sa bûten josels fan dy sottens, dat dy sottens binnenyn jo is, en sa troch jo hinne skynt, dat der is gjin each dat jo sjocht, of it hat daalk in doktersoardiel oer jo sjochte.

Valentyn Mar sis, kensto myn frouwe, kensto Silvia?

Flink Hja dêr't jo sa nei stoarje, as hja oan it jimmetsjen is?

Valentyn Hasto dat ek al opmurken? Ja, dy mien ik.

Flink Hear, dy ken ik net.

Valentyn Do kenst har fan dat ik sa nei har stoarje, en dochs kensto har net?

Flink Hja is de ûnsjogge kant neist, net hear?

Valentyn Fierst, jonge, mar net sa moai as oan oare geunsten ryk.

Flink O hear, dat wit ik guoddernôch.

Valentyn Wat witsto no wer?

Flink Dat hja net sa moai is, as ryk oan jo geunsten.

Valentyn Ik mien, har skientme is bysûnder, mar fierders hat de natoer har sa geunstich west, dat der gjin ein fan is.

Flink Ja, en dat komt om't de iene is ferve, en it oare is gjin tel.

Valentyn Hoe ferve? En hoe gjin tel?

Flink Ei hear, hja fervet har sa om har sa moai te meitsjen, dat nimmen beroai fan har skientme hat.

Valentyn Wêr sjochsto my dan foar oan? Ik wit, hoe grut har skientme is.

Flink Mar jo ha har nea sjoen, sûnt hja sa misfoarme rekke is.

Valentyn Misfoarme! Hoe lang hat hja dat west?

Flink Sa lang as jo har leave ha.

Valentyn Ik ha har leafhân al de tiid sûnt ik har seach, en ik sjoch har jit like moai as doe.

Flink As jo har leavje, bestiet it net dat jo har sjogge.

Valentyn Wêrom net?

Flink Om't leafde blyn is. O, as jo myn eagen hiene, of jins eigen eagen de klearens hiene fan foarhinne, doe't jo hear Proteus it leksum liezen, om't er ombongele sûnder hoasbannen!<sup>4</sup>

Valentyn En wat soe ik dan sjen?

Flink Jins eigen sljochtens op dit pas, en har heislike wanskiklikens; want hy koe út ferealens net sjen, hoe't er syn hoasbannen strykje moast, mar jo kinne út ferealens net sjen hoe't jo jins hoazzen oantsjen moatte.

Valentyn Maat, dan hat it der wol fan, datsto ek fereale bist, want justermoarn koesto net sjen, hoesto myn skuon poetse moast.

Flink Foargoed, hear, ik wie fereale op myn bêd, en ik bin jo tankber, dat jo my bruien joegen foar myn leafde, want dat jout my moed, no't ik jo foar jowes bekibje.

Valentyn Koart sein, ik stean leavjend foar har oer.

- Flink Sieten jo dan mar, dan hâlde dy leafde wol op.
- Valentyn Justerjûn hiet hja my, ik moast wat rigels skriuwe oan ien, dy't hja leavet.
- Flink En dat ha jo dien?
- Valentyn Ja.
- Flink En binne dy net tige lamliddich skreaun?
- Valentyn Nee, feint, sa goed as ik soks mar dwaan kin. – Stil! Dêr komt hja.
- Flink In kostlike poppekast! En in popke, seldsum! No sil hy dalik har wol wurden yn 'e mûle lizze.
- Valentyn Heechfereare frouwe, tûzenris goe-moarn.
- Flink O minsken, dat wurdt wol goe-jûn; dy komplimenten berinne wol it miljoen.
- Silvia Hear Valentyn, trouwe tsjinder, jo twa-tûzenris.
- Flink De ynterest moast oars fan him komme, mar hy kriget dy fan har.
- Valentyn Nei jins befel haw ik it brief skreaun foar  
Dy tsjustere, geheim'ge freon fan jins;  
Slim hie 't my tsjin de krún west dat te dwaan,  
Mar jo te tsjinjen, frouwe, dat woech swierst.
- Silvia Tank, goede tsjinder; 't is rju keunstich dien.
- Valentyn O, leau my, frouwe, it foel my tige swier,  
Want meidat ik net wist nei wa't it moast,  
Skreau ik mar lok-wat-jouste, slim ûnwis.
- Silvia Faaks wie 't tefolle frege, sok swier wurk?
- Valentyn Nee, frouwe, as it jo tsjinnet, skriuw ik jern',  
Al hieten jo my tûzenris safolle;  
En dochs –
- Silvia Hjir swijt er. Skoan! It oare ried ik.  
En dochs, ik sis 't mar net; en dochs, it hoecht net;

- En dochts, nim dit werom; en dochts, myn tank,  
 En leau my, lestich fal ik jo net wer.
- Flink En dochts, dat sill' jo al; en dochts jit dochts!
- Valentyn Hoe dit sa, frouwe? Haget jo dit net?
- Silvia Wis wol; dy rigels bin sa min net skreaun,  
 Mar om't it tsjin jins sin gie, nim se wer;  
 Wier, nim se.
- Valentyn Frouwe, wier, hja bin foar jo.
- Silvia Ja hear, jo skreauwen har op myn fersiik,  
 Mar ik wol se net ha; hja bin foar jo;  
 Ik woe, jo hiene it mei mear fieling dien.
- Valentyn As 't haget, frouwe, skriuw ik jitte in brief.
- Silvia Goed, en is 't skreaun, lês it goed oer foar my;  
 En noasket it jo, bêst; sa net, ek bêst.
- Valentyn As it my noasket, frouwe? En wat dan mear?
- Silvia Ei, as 't jo noasket, hâld it dan as lean;  
 En dêrmei moarn, myn tsjinder.
- Flink O seldsum grapke, foar each noch tinzen te finen,  
 De noas op jins troanje, in hoanne, op in toer oan 't  
 skinen!  
 Myn master frijt om har, mar hja wit dy frijer te learen,  
 Dat de learfeint wurdt ta hear oer har hert en har begearen;  
 Wa hat ea fan in talis heard, sa snoad, sa'n nocht foar elts,  
 Dat myn master, dy froede klerk, in brief skriuwt oan  
 himsels?
- Valentyn Wat no, hearskip? Wat beredenearesto by dysels?
- Flink Ik rymke mar, hear; mar jo ha alle reden.
- Valentyn Wêrta?
- Flink Om wurdfierder te wêzen foar frouwe Silvia.
- Valentyn Tsjin wa?

- Flink Tsjin josels. Ei, hja stiket om jo yn it figuerlike.
- Valentyn Figuerlik? Hoe dat?
- Flink Letterlik, kin ik better sizze.
- Valentyn Hoe no, hat hja my dan skreaun?
- Flink Wêrom soe hja, wylst hja jo skriuwe liet oan josels?  
Wat, sjogge jo de grap net?
- Valentyn Leau my, wier net.
- Flink Hear, wier, ik kin jo net leauwe. Ha jo dan net fernommen wat hja miende?
- Valentyn Miende hja har lulke wurden dan net?
- Flink Mar hja hat jo dochs in brief jûn?
- Valentyn Ja, it brief dat ik oan har freon skreaun hie.
- Flink En dat brief hat hja by jo besoarge, en dêrmei út.
- Valentyn As 't mar net slimmer is!
- Flink Sa is 't, foarfêst.  
“Jo skreauwen faak; mar sjoch, har sedichheid wie grut,  
En lyts har lidd'ge tiid; dat and're hat hja neat;  
In boade, wie hja bang, brocht út faaks wat har dreau,  
Sa learde hja har lea, dat hy har leaver skreau.”  
Ik praat, as wie dit printe, want dat wie 't. – Wat mimerje jo sa, hear? It is iterstiid.
- Valentyn Ik haw al iten.
- Flink Ja, mar hark ris, hear, al kin de kameleon Leafde ek mei de loft ta, ik bin ien, dy't it fan ytbere spullen ha moat, en ik ha sin oan wat. O, wês net lyk as jins leafste, hear; lit jo belêze, lit jo belêze.

*(Beide ôf.)*

*(Verona. Op komme Proteus en Julia.)*

Proteus Myn leave Julia, berêst hjiryn.

Julia Ik moat, om't ik dochts oars net kin.

Proteus As ik mar heal kin, kom ik wis werom.

Julia Ast' net feroarest, bliuwsto net lang fier.

Stean fan dit oantinken rju noed, om my.

Proteus Goed, lit ús roalje; nim do dit, myn lea.

Julia No 't sigel ta ús keap: in hill'ge pea.

Proteus Hjir hast myn hân foar 't hâlden fan myn trou;

En as my, hokfoar dei, ien oere ûntglydt,

Dat ik net suchtsje om dy, myn Julia,

Mei d' oere dy't dan folget, heislik tsjoed

My folterje, om't ik dy, myn hert, fergeat.

Heit wachtet op myn kommen; and'rje net.

't Is tij no; nee, net fan dyn triennen, lea;

Dat hold my hjir grif langer as ik kin.

Julia, farwol! Wat, sûnder wurd al gien?

Mar wiere leafde moat sa; hja swijt stil,

Want dieden mear as reden bin har sier.

*(Op komt Panthino.)*

Panthino Hear, der wurdt wachte op jo.

Proteus Ja wisse, ik kom.

Laas! Skieden makket jonge leavers stom.

*(Beide ôf.)*

(*Verona. Op komme Lâns en in hûn.*)

Lâns Wier, it duorret jit wol in oere ear't ik útskriemd bin; alle Lânsen binne mei dy selde kwaal besocht. Ik ha dêr foar-goed myn propoarsje fan krige, krekt as de ferlerne soan, en ik sil mei hear Proteus nei it nimpireale hof. Ik leau, myn hûn Krats, sa'n soer stik hûn libbet der op 'e hiele ierde net; myn mem skriemde, myn heit jammere, myn suster gûlde, ús faam bjalte, ús kat wrong har hannen, dat ús hiele húshâlding wie oer-oer-stjoer, mar dit wreedher-tige hûnebist is gjin trien ûntkommen; it is in stien, wier-likens in balstien, hy hat net mear begrutsjen as in hûn; sels in Joad dy't ús ôfskie sjoen hie, soe gûld ha; ei, myn beppe, dy't gjin eagen hat, hat har blynskriemd by myn ôfskie. Kom, ik sil jim ris fertoane hoe't it yn syn wurk gie. Dizze skoech is myn heit; – nee, dizze lofter skoech is myn heit – nee, nee, dy lofter skoech is myn mem; – nee, sa kin it ek al wer net – ja dochs, sa is 't, sa moat it, dy hat de stikkenste soal. Dizze skoech, mei dat gat deryn, is myn mem, en dy is myn heit. Ferhip, sa'n spultsje! No, hear, dizze stôk is myn suster; want, sjogge jo, hja is sa blank as in leelje, en sa licht as in ryske. Dy hoed is Naantsje, ús faam; ik bin de hûn; nee, de hûn is himsels, en ik bin de hûn, – och stumper! De hûn is my, en ik bin mysels; sa mar, dan. No kom ik by myn heit “Heit, jins seine”; no mei de skoech gjin wurd sizze, om syn gûlen; no hear ik heit te patsjen; moai, hy gûlt troch. No kom ik by myn mem; – ja, dy moast no oangean as in mâl froumins; bêst, ik patsje har; – komt út,

dat is myn memme rookje fan top ta teil. No kom ik by myn suster; minsken, wat stelt hja har oan! En dat hiele skoft ûntkomt dy hûn dêr gjin trien, en hy seit gjin sprek; mar sjoch ris hoe't myn triennen it stof delslagge.

*(Op komt Panthino.)*

Panthino Hurd, Lâns, hurd, oan board; dyn master is al op 't skip, en do moatst him hurd mei in roeiboatsje efternei. Wat skeelt deroan? Wat begûlsto, keardel? Fuort, ezel, asto langer omseurst, misto it tij, en kinst net mei yn it bûn.

Lâns Och hea, dat wie net ienris sa slim, want dit bûn hjir is sa bikkelhurd dat myn hert der wee fan is.

Panthino In bikkelhurd bûn, wat mienst dêrmei?

Lâns Ei, him dy't hjir bûn is, myn hûn Krats.

Panthino Ei, man, ik hie it oer tij en dyn hear en syn maten; en asto it tij mist, misto har bûn; en asto dat bûn mist, misto dyn master; en asto dyn master mist, misto dyn plak; en asto dyn plak mist, – wêrom stoppest my de mûle?

Lâns Ik wie sa bang, datsto dyn tonge ferlearst.

Panthino Myn tonge ferlieze! Wêre?

Lâns No, yn dyn kop of yn dyn sturt.

Panthino Yn myn sturt?

Lâns It tij misse, en de reis, en myn master, en myn plak, en it bûn! Man, as de rivier droech wie, ik hie him sa mar wer fol mei myn triennen; as de wyn fallen wie, ik dreau it boat mei myn suchten fuort.

Panthino Fint, kom dochs, kom mei, ik bin stjoerd om dy te roppen.

Lâns Roppe, hearskip? Ropje mar, asto doarst.

Panthino Wolst no ris gean?

Lâns Ja wis, dat wol ik.

*(Beide ôf.)*

*(Paleis fan de Hartoch. Op komme Valentyn, Silvia, Thurio, Flink en de Hartoch.)*

- Silvia Tsjinder!
- Valentyn Ja, frouwe?
- Flink Master, hear Thurio sjocht grimmitich jo kant út.
- Valentyn Ja, maat, út leafde.
- Flink Gjin leafde ta jo.
- Valentyn Dan ta myn frouwe.
- Flink Hy moast in wan fan jo ha.
- Silvia Jo sjogge net blier, myn tsjinder.
- Valentyn Yndied, frouwe, dat liket sa.
- Silvia Dat jo lykje wol wat jo net binne?
- Valentyn Faaks al, ja.
- Thurio Krekt as mei neimakke spul.
- Valentyn Krekt as mei jo.
- Thurio Wat lykje ik dat ik net bin?
- Valentyn Wiis.
- Thurio En wat wiist op it tsjindiel?
- Valentyn Jins sottens.
- Thurio Wêroan fernimme jo myn sottens?
- Valentyn Dy fernim ik oan jins baitsje.
- Thurio In wammes mei dûbelde fuorring!
- Valentyn Skoan, dan skat ik jins sottens dûbeld.
- Thurio Wat deale!
- Silvia Hoe no, hear Thurio, lilk? Feroarje jo fan kleur?
- Valentyn Lit him mar, frouwe; hy is sa'n soarte fan kameleon.
- Thurio Dat mear sin hat om jins bloed te priuwen, as yn jins loft

te libjen.

Valentyn Hear, jo ha 't sein.

Thurio En foar dizz' kear haw ik dien, hear.

Valentyn Wis hear, dat wit ik, jo hâlde altyd op ear't jo begjinne.

Silvia In fiks wikselfjoer fan wurden, hearen, rêd ôfsketten.

Valentyn Dat wis, frouwe, en tank oan dy't it joech.

Silvia Wa is dat, tsjinder?

Valentyn Josels, leave frouwe, want jo joegen ús fjoer. Hear Thurio ûntlent syn geast oan jins loaitzen, frouwe, en jout wat er liend hat wer minlik yn jins selskip út.

Thurio As jo wurd tsjin wurd mei my wikselje wolle, hear, dan sil ik dy geast fan jowes bankerot spylje litte.

Valentyn Dat is my bekend, hear; jo ha in skatkiste fol wurden, en ik tink, oars kinne jo jins tsjinders ek al gjin skat biede, want oan har keale livreien kin men wol sjen, dat hja fan jins keale wurden libje.

Silvia Genôch, hearen, genôch sa; dêr komt myn heit oan.

*(Op komt de Hartoch.)*

Hartoch No, Silvia, bern, beleeg're wurdsto, leau 'k.

Hear Valentyn, jins heit is sûn en goed;

Wat sizz' jo ta in skriuwen fan jins folk

Mei gâns goed nijs?

Valentyn Hear, tankber bin ik elts,

Dy't my fan har in goede tyngte bringt.

Hartoch Jo kenne Don Antonio, jins lânsman?

Valentyn Ja, hege hear, dy ealman, wit ik, is

By elts yn tel en stiet heech oanskreaun dêr,

En hy fertsjinnet wis dy goede rop.

Hartoch Hy hat in soan, oars net?

Valentyn Ja, goede hear, en ien, dy't lyk syn heit

- Hege achting en rike eare weardich is.
- Hartoch En kenne jo him goed?
- Valentyn Ik ken him as mysels; fan bern ôf oan  
 Bin wy tegearre libbens wegen gien;  
 Al wie 'k in loaie skoaltsjeskûler sels,  
 Dat tiids beriking nea myn libbens moarn  
 Yn himelske folmakking klaaie koe,  
 Hear Proteus (want sa hjit er) hat wol wis  
 Syn jonge dagen brûkt mei swiidste winst,  
 Fan jierren jong jit, fan befinen âld,  
 Fol blossom jit syn geast, fan oardiel ryp;  
 Dat, yn ien wurd (want by syn trêft bliuwt fier  
 Benerfter alles wat ik ta syn lof no sis),  
 Folslein is hy, fan uterlik en geast,  
 En sierd yn alles wat in ealman siert.
- Hartoch Hear, seldsum! Makket hy jins sprekken wier,  
 In keizerinne' leafde foege him,  
 Sa goed lyk as in keizers riedmansplak.  
 No, hear, dizze ealman sels kaam hjir by my,  
 Mei oanbefellings fan heech-machtigen,  
 Fan doel, in set te toevjen oan ús hof;  
 Ik tink, ûnwolkom is dit nijs jo net.
- Valentyn Hie 'k eat hjir winskje meien, hy hie 't west.
- Hartoch Rop him dan nei syn wearde it wolkom ta;  
 Ik sis dit, Silvia, dy, en jo, hear Thurio,  
 Want Valentyn te moanjen hoech ik net;  
 Ik stjoer him dan hjirhinne, en dat op slach. (Of.)
- Valentyn Dit is dy ealman, frouwe, fan wa't ik  
 Jo sei, hy wie mei my gien, mar syn leafste  
 Hold yn har eachs kristal syn loaiten bûn.

- Silvia Faaks hat hja no dy loaitsen frijheid jûn  
Foar jit in oar pân fan syn herte' trou.
- Valentyn Nee, frouwe, grif bin dy har finz'nen jit.
- Silvia Mar blyn moat hy dan wêze, en hoe, sa blyn,  
Koe hy jit swalkjend sjen, wylst hy jo socht?
- Valentyn Tweintich pear eagen wol hat Leafde, frouwe.
- Thurio Wat! Leafde hat gjin ien each, wurdt der sein.
- Valentyn Foar leavers, Thurio, lyk as josels;  
Syn eagen knypt er ta, is eat him wers.
- Silvia Gj in striid no, stil; hjir komt jins ealman al.  
*(Op komt Proteus.)*
- Valentyn Myn Proteus, wolkom; frouwe, ik bid jo, bied  
Troch jins bysûndere geunst myn wolkom krêft.
- Silvia Syn wearde stiet him foar syn wolkom boarch,  
As hy 't is, nei waans nijs jo faken langem.
- Valentyn Hy is it, frouwe; o, as 't jo haget, nim  
Him oan, dat hy neist my jo tsjinje mei.
- Silvia De frouwe is al te min foar sa'n eal feint.
- Proteus Nee, swide, mar de tsjinstfeint stiet te leech  
Foar ien loaits, fan sa'n hege frouwe gund.
- Valentyn O, neam dochs jimme ûnweardichheid net mear,  
En, frouwe, nim him as jins tsjinder oan.
- Proteus Sok tsjinjen soe 'k op romje, en op neat oars.
- Silvia En wiere tsjinst miskearre it nea oan lean.  
Fan my, ûnweard'ge frouwe, wolkom, tsjinder.
- Proteus Dy't dat seit, bûten jo, wankt dea fan my.
- Silvia Foar 't wolkom?
- Proteus Om't er jo ûnweardich neamt.  
*(Op komt in tsjinder.)*
- Tsjinder Frouwe, myn hear jins heit woe jo te wurd.

- Silvia As him soks haget, daalk. Hear Thurio, kom,  
 Gean mei my. Jitris wolkom, nije tsjinder;  
 Ik gean; petearje jim oer alles thús;  
 Is 't dien, dan hearde ik jerne mear fan jo.
- Proteus Wy steane yn alles foar jins ealens ree.  
*(Silvia, Thurio, Flink en de Tsjinder ôf.)*
- Valentyn No sis: hoe is 't mei al ús sibben thús?
- Proteus Mei dyn folk bêst, hja groetsje dy fan herten.
- Valentyn En dines?
- Proteus Doe't ik fuortgie, wie elts sûn.
- Valentyn En mei dyn leafde? Giet it dy nei 't sin?
- Proteus Myn leafde-nijtsjes wiesto meast gau sêd;  
 Ik wit, do hast nea nocht hân oan sok praat.
- Valentyn Wis, Proteus, mar fan dat is 't no gâns oars.  
 Myn hún fan Leafde ha 'k foar boete, slim,  
 Want hy, yn syn grut hearskjen, hat my straf  
 Mei strange fêsten, kjirmjen fan berou,  
 Mei triennen eltse nacht, djip suchtsjen deis;  
 Wreksuchtich, om't ik leafde sa fersmiet,  
 Hat hy de sliep út myn earme eagen dreau,  
 Wachtfeinten no ta 't eigen herte' leed.  
 O Proteus, freon, de Leafde is in grut hear,  
 Dy't sa lytsman my makke, dat ik sis,  
 Gjine wee is der, oan syn kastijing lyk,  
 Gjine wille op ierde hearlik lyk syn tsjinst!  
 Gjine oar petear as oer ús leafde no;  
 Ta moarns- en middeismiel, ta jimmet, sliep,  
 Is ien wurd, dat fan leafde, my genôch.
- Proteus Stil mar; dyn eagen sizze my dyn lot.  
 En d' ôfgod, dysto sa oanbidst, 't is hja?

Valentyn Hja is 't, in hill'ge fan omhegen, wier?  
 Proteus Nee, mar in wûnder fan dizze ierde wis.  
 Valentyn O, neam har godlik.  
 Proteus Flaaije wol ik net.  
 Valentyn Flaai my dan, leafde is optein fan sa'n lof.  
 Proteus My joechsto bitt're pillen doe't ik siik wie;  
 Itselde medisyn tsjinje ik dy ta.  
 Valentyn Sprek wierheid dan oer har; kin godlik net,  
 O, neam har dan in ing'le-foarstlikheid,  
 Dy't heech boppe al dizze ierde' skepsels stiet.  
 Proteus Utsein myn frouwe.  
 Valentyn Utsein nimmen, freon,  
 Of watsto seist, misseist myn leafde mei.  
 Proteus Haw ik gjin rjocht en set myn leafste heechst?  
 Valentyn Ast heech har sette wolst, dan stypje ik dy;  
 Ta dy hege eare sil hja weard'ge wurde,  
 Dat hja myn frouwe' sleep draacht, en har klaad  
 Frijwaret dat gjin ierde it patsje kin,  
 En net, oermoedich fan sa'n swide geunst,  
 Gjinn blom mear tier beskikt yn simmers ljocht  
 En rouwe winter ivich hearskje lit.  
 Proteus Mar Valentyn, wat mienst mei sa'n gebear!  
 Valentyn Ferjou my, Proteus; wat ik kin, is neat  
 By har, want by har wearde is 't ealste neat;  
 Wier, ienich is hja.  
 Proteus Lit har dan sa ek.  
 Valentyn Wat! Foar gjin wrâld! Hja is myn eig'ne, freon,  
 En mei dat ien juwiel bin ik sa ryk  
 As tweintich seeën, wiene pearls 't strân,  
 Wie 't wetter nektar, eltse rots klear goud.

Ferjou my dat ik no net drôgje oer dy;  
Sels sjochsto wol, hoe wei yn leafde ik bin.  
Myn sotte meistiker, dy't by har heit  
Om neat as syn grut goed heech oanskreaun stiet,  
Is mei har gien; ik moat har efternei;  
Do witst, dy't leavet fielt sa'n oergeunst fûl.

Proteus Hat hja dy leaf?

Valentyn Ja, wy ha trou ûnthjitten; fan ús boask  
Stiet d' oere al fêst, lyk ek ús flecht, ús hiel  
Snoad plan dêrta, hoe't mei in touljedder  
Ik nei har finster klim, en wat wy mear  
Nei oerlis ôfpraat ha foar ús grut lok.  
Freon Proteus, kom, gean mei my nei myn keamer,  
Datsto hjirynd my mei dyn rie skewielst.

Proteus Gean do mar foar; ik freegje wol wêrst bist;  
Earst moat ik nei de rede, en bring fan 't skip  
Wat spullen hjir, dêr't ik ferlet fan haw;  
Mar is dat dien, dan stean ik ta dyn tsjinst.

Valentyn Makkest wat oan?

Proteus Dat sil 'k. –

Lyk hitens foar in nije hitens wykt,  
Ien spiker fan in oaren útdreaun wurdt,  
Sa is myn eard're leafde út myn ûnthâld  
Skjin flechte foar wat hjir myn eagen bûn.  
Wie it myn lof, of wie it Valentyns,  
Har wiere swidens of myn falske oertrêding,  
Dy't my, no redeleas, sa reedzje lit?  
Hja 's moai, mar Julia, myn leafste, is 't ek –  
Dy't myn leaf wie, want weiteid is dy leafde,  
En, lyk in waaksen byld foar in grut fjoer,

Beliket hja yn neat mear wat hja wie.  
 Myn fjoer foar Valentyn, leau 'k, dôvet ek;  
 Sa fiel ik net mear foar him as ik die;  
 Mar o, syn frouwe, dy leavje ik te fûl,  
 En dêrtroch dat foar him myn leafde swynt.  
 Hoe sil, by better kunde, ik har oanbidde,  
 Ik, dy't sa leaf har krige haw as frjemd?  
 Har byld ha 'k jitte allinne mar oanskôge,  
 En dêrby waard myn rede' ljocht al dof;  
 Mar, mocht ik har yn har folmakking sjen,  
 Dan kin it net yn kiif stean, ik wurd blyn.  
 Ik sil myn doarmjend hert beteamje, as 't kin;  
 Sa net, dan weagje ik alles, dat ik win!

(Of.)

TOANIEL 5

*(Milaan, in strjitte. Op komme Flink en Lâns.)*

Flink Lâns, sa earlik as ik bin, wolkom yn Milaan.

Lâns Ferswar dy net, leave jonge, want ik bin net wolkom. Ik tink der altyd sa oer, in man is nea oan reapsein ear't er ophongen is, en nea earne wolkom ear't der in sûpke foar him betelle wurdt, en de weardinne fan wolkom seit.

Flink Kom mei, do bysfeint, ik gean dalik mei dy nei in bierhûs, dêrsto foar ien kwartsjese fertarring grif sa'n fiiftûzen wolkoms krigest. Mar, hearskip, hoe binne dyn master en juffer Julia skaat?

Lâns No, nei't hja inoar yn grutte earnest omearme hiene, binne hja grapjeiend en leaf faninoar skaat.

- Flink Mar sil hja syn wiif wurde?  
 Lâns Nee.
- Flink Wat dan? Sil hy har man wurde?  
 Lâns Likemin.
- Flink Wat! Binne hja útinoar?  
 Lâns Wis net, hja binne beide sa fris as in nût.
- Flink Mar wat deale, hoe stiet it dan mei dy twa?  
 Lâns Mieri, as it der mei him by stiet, stiet it der ek mei har by.
- Flink Wat in ezel bisto, ik kin der net by.  
 Lâns Wat in sûle bisto, datsto dat net kinst. Myn stôk kin der wol by.
- Flink Ja, do seist wat!  
 Lâns Wis, en ik doch ek wat; sjoch mar, ik til him efkes op, en myn stôk kin derby.
- Flink By dyn mûlwurk teminsten.  
 Lâns No, en út myn mûlwurk komme myn wurden; dy't by myn mûlwurk kin, kin dêr ek by.
- Flink Mar sis no de wierheid, wurdt it in houlik?  
 Lâns Freegje myn hûn; seit er fan al, dan al; seit er fan net, dan al; en giselsturtet er en seit er neat, dan al.
- Flink Dan moat men dêrút opmeitsje, fan al.  
 Lâns Sa'n geheim silst der by my nea út krije, of ik moat it yn in likenis sizze.
- Flink Al lang moai, as ik it mar krij; mar Lâns, wat seist derta, dat myn master sa'n treflike stiker wurden is?  
 Lâns Ik ha him nea oars kend.
- Flink As wat?  
 Lâns As ien dy't wit fan bruien, in striker.
- Flink Wel, do huorreky, do ferstiest my net.  
 Lâns Wel, do omkoal, ik miende dy net, ik miende dyn master.

Flink Ik sis dy, myn master is mar in fjoerich leafhawwer wurden.  
 Lâns En ik sis dy, it lit my kâld, as brânt er fan leafde as de hel.  
 Asto wolst, gean dan mei my nei it bierhûs; oars bisto in  
 Hebreëër, in Joad, en de namme fan kristen net weardich.  
 Flink Hoe dat sa?  
 Lâns Omdatsto net safolle neisteleafde yn dy hast, datsto mei  
 in kristen bierdrinke wolst. No, komst?  
 Flink Ta jins tsjinst!

*(Beide ôf.)*

TOANIEL 6

*(Yn it paleis fan de Hartoch. Op komt Proteus.)*

Proteus Ferlit ik Julia, ha 'k dan falsk sward?  
 En haw ik Silvia leaf, swarde ik dan falsk?  
 Slim falsk ha 'k sward, kom ik myn freon tenei;  
 En dy macht, dy't my dreau ta myn earste ied,  
 Troait my ta trijeris falsk swarren no;  
 Hy hiet my: swar; no hjit er: brek dyn ied.  
 O swiete troaiker Leafde, ast sûnd'ge hast,  
 Lear my, ferlate, pleitsjen tsjin myn skuld!  
 Earst hie 'k in twinkeljend lyts stjerke oanbean,  
 No sink ik foar in himel-sinne del.  
 Berie brekt wol in ûnberet ûnthjit,  
 En geastleas is, dy't net mei sterke wil  
 Syn geast leart, dat hy better kiest foar min.  
 Fij, fij, ûnskeam'le tonge, neamsto min  
 Waans hearskippij do sa faak huld'ge hast  
 Mei tweintichtûzen siele-binende ieden?

Leafde oerjaan kin ik net, en dochts, ik doch 't,  
 Mar jou dêr oer, dêr't ik just leavje moast.  
 Julia ferlies ik, Valentyn ferlies ik,  
 Mar hâld ik har, dan reitsje ik sels ferlern,  
 En oars, ferlies ik har, dan fyn ik dochts,  
 Foar Valentyn mysels, foar Julia Silvia.  
 Ik bin myselme djoerder as in freon,  
 Want leafde is jimmer kostlikst op harsels;  
 En Silvia (tsjûgje it, Dy't har skientme skoep),  
 Nêst har is Julia moarinnich swart.  
 Ferjitte wol ik no dat Julia libbet,  
 Wol wittend dat myn leafde foar har stoar;  
 En as in fijân skôgje ik Valentyn,  
 No't ik op Silvia doel as swieter freon.  
 Ik kin mysels net trou wêze, as ik net  
 Tsjin Valentyn mysels help mei ferrie.  
 Syn doel wie mei in touljedder tenacht  
 Te klimmen nei it finster fan dy swiidste;  
 Syn riedsman bin iksels, syn meistiker!  
 Op slach doch ik har heit de tyngje troch  
 Fan 't plan fan dy fermomme flecht, en hy,  
 Ferwoeden, bant dan Valentyn grif fuort,  
 Want Thurio, wol hy ha, sil har boaskje;  
 Is Valentyn ferdwûn, dan set ik tel  
 Mei snoadens dy oerdomme Thurio fêst.  
 Lien wjokken, Leafde, ta dit treflich plan,  
 Want do wiest yn myn hert dêr skepper fan!

(Of.)

*(Yn Julia's hûs. Op komme Julia en Lucetta.)*

- Julia Lucetta, fanke, help my mei goe-rie;  
 En, lyk ús freonskip bynt, beswar ik dy,  
 Skriuwtaffeltsje, dêr't al myn tinz'ne rin  
 Sa klear op oanjûn, ja gravearre stiet,  
 Belear my, neam in wize my, in wei,  
 Hoe't ik mei eare en goede namme in reis  
 Nei Proteus, nei myn leafste, weagje kin.
- Lucetta Laas, tige mêdzjend is dy wei en lang.
- Julia In pylger, dreaun fan leauwen, wurdt nea mêd,  
 Al mjit er keninkriken, moedsum geand;  
 Gâns minder hja, dy't strûst op leafde' wjok,  
 En dêrby fljocht nei ien, har hert sa djoer,  
 Sa godlik en folmakke as Proteus is.
- Lucetta Doch leaver tiid, oant Proteus hjir wer komt.
- Julia Is him te sjen dan net myn siele' fied?  
 Wês mei myn neare krapte dochs begien,  
 No't ik dêrnei sa lang al long'rje moat.  
 Koesto it smerten fan de leafde yn 't hert,  
 Allike gau setst fjoer oan mei wat snie,  
 As leafde' fjoer te dwêsten mei dyn wurd.
- Lucetta Utdwêste dat hyt fjoer, dat wol ik net,  
 Mar wol syn wyldste lôge hâlde yn lust,  
 Dat dy net trochslacht oer de rede' grins.
- Julia Hoe fûlder asto 't smoarst, hoe lûder 't baarnt.  
 De stream, dy't sêft, ienlûdich fierderglydt,  
 Skombekket wyld asto him stuitsje wolst,

Mar hind' resto him nearne yn syn berin,  
 Dan klinkt oer glinsterstientsjes syn muzyk  
 En pattet er swietfredich eltse reid  
 Dy't hy foarbykomt yn syn pylgerrin;  
 Sa sljurket hy jit folle bochten lâns,  
 Fernoege en boartlik, nei de wrâldsee ta.  
 Lit my dan gean, en stuitsje net myn rin;  
 Ik sil sa froed wêze as in sêfte stream,  
 En eltse mêde trêd is my jit noft,  
 Oant my de lêste by myn leafde bringt;  
 Dêr sil ik rêste, allyk, nei gân's trewyn,  
 In seine siele yn swiet Elysium rêst.<sup>5</sup>

Lucetta Mar hokfoar klaad woll' jo dy reize yn dwaan?

Julia Gjin frouljusklaad; want faaie moeting's mei  
 Lossinnich manljusfolk stean my net oan.  
 Lucetta, leave, soargje foar in dracht,  
 Lyk as in earb're paazje foegje soe.

Lucetta Mar, frouwe, dan moat wis jins hier ek knipt!

Julia Nee, bern, mei siden bannen byn ik 't op  
 Mei tweintich leafde-strusen, kostlik fûn;  
 In bytsje útwrydskens stiet in feint wol goed,  
 Sels wol in âld're as ik ea wêze sil.

Lucetta Nei hokfoar moade, frouwe, moat jins broek?

Julia Dat heart hast krekt sa moai as "eale hear,  
 Hoe wiid beagere jo jins hoeperôk?"  
 Ei, kies de moade, dy't dy bêst foldocht.

Lucetta Sûnder in dekstik,<sup>6</sup> frouwe, kin 't grif net.

Julia Fij, fij, Lucetta, wat soe dat mâl stean!

Lucetta In pofbroek jout gjin man in spjelde foar,  
 As hy gjin dekstik foar de spjelden hat.

- Julia Lucetta, ast my leavest, lit my ha  
 Wat dy it gaadlikst en it foechsumst tinkt.  
 Mar sis my, bern, hoe sil de wrâld it nimme,  
 As ik sa'n wylde en núv're reis bestean?  
 Dêr sil gâns praat fan komme, haw ik soarch.
- Lucetta As jo sa tinke, gean dan net, bliuw thús.
- Julia Nee, nee, dat net.
- Lucetta Ha dan gjin noed mei rabberije, en gean.  
 As Proteus jins reis priizget, as jo komme,  
 Wat seit it dan, wa't lekket dat jo gean?  
 Mar faaks, ha 'k soarch, is 't him ek net nei 't sin.
- Julia Nee, dat, Lucetta, eangje ik alderminst.  
 Syn tûzen ieden, dan syn triennese, see,  
 En mear soks, fan ûnein'ge leafde it blyk,  
 Stean my foar 't wolkom by myn Proteus yn.
- Lucetta Dy middels brûke falske manlju mear.
- Julia Min folk, as it soks brûkt foar sa'n min doel!  
 Mar trouwer stjerren stiene oer Proteus' berte.  
 Elts wurd is ied by him, eltse ied orakel,  
 Syn leafde oprjocht, syn tinken ûnbesmodze,  
 Syn triennen, súv're boaden fan syn hert,  
 Syn hert ferrie sa fier, as himel d' ierde.
- Lucetta Mei 't bliken dwaan, as jo dêr komme, frouwe!
- Julia Asto my leavest, doch him net sa'n hún  
 Datsto syn trou betwiiv'lest; nea kin ik  
 Dy leavje, asto net freonlik tinkst oer him.  
 Mar gean no dalik mei my nei myn keamer,  
 En meitsje in list fan wat ik nedich haw,  
 Datsto my rist foar dizze langstme-reis.  
 Ta dyn foldwaan stiet alles wat ik haw;

Myn goed, myn lân, myn namme en eare sels;  
Yn roal dêrfoar, help do my tel hjirwei.  
Nee, no gjin andert; dalik hjiroer gear;  
Dit toevjen is my no al ta grut lêst.

*(Beide ôf.)*

### BEDRIUW III

#### TOANIEL I

*(Milaan, yn it paleis fan de Hartoch.  
Op komme de Hartoch, Thurio en Proteus.)*

Hartoch Hear Thurio, lit ús tegearre, in toarn;  
Wy moatte plachtsje oer dingen tusken ús.

*(Thurio ôf.)*

No, Proteus, sis, wat winsken jo fan my?

Proteus Heecheale hear, wat ik jo trochdwaan woe,  
Moast ik ferhoalen hâlde om freonskips wet.  
Mar rop ik my jins rike geunst yn 't sin,  
Sa faken my, ûnweardige, bewiisd,  
Dan moannet my de plicht, dat ik jo neam  
Wat gjin wrâldsk goed my oars ûnttroaie soe.  
Wit, hege prins, hear Valentyn, myn freon,  
Wol dizze nacht jins dochter jo ûntrôvje,  
En sels hat er my ynwijd yn syn plan.  
Ik wit, jins fêst doel is en boaskje har  
Oan Thurio, fan wa't hja wearzich is,  
Dat, waard hja jo sa ôfkaapt, soks wie grif  
Fertriet en ergernisse ta jins jeld.  
Sa, plicht te wille, wol ik him, myn freon,  
Yn dit bestribjen leaver tsjinkear dwaan,

- As dat ik, it ferbergjend, oer jins holle  
 In hopen lêst bring, dat, as nimmen 't keart,  
 Jo deltreau, faaks, ta in ûntidich grêf.
- Hartoch Proteus, myn tank foar dyn sa trouwe soarch;  
 Neam sels dyn lean, salang't ik libje sil.  
 It ealge my al faak wat dy twa bûn,  
 As it har like dat ik slûge; ik hie  
 Al gauris yn bestân stien en ferbied  
 Hear Valentyn har selskip en myn hof;  
 Mar eang dat my erchtinkendheid mislate,  
 En dat ik sûnder grûn him eare ûntnaam,  
 In rimpen dwaan, my jimmer tige tsjin,  
 Bejeeg'ne ik him as freon, dat ik sa fûn  
 Watsto no hjir foar my ûntdutsen hast.  
 Fernim no ek, hoe'n noed ik hjirmei hie,  
 Wol wittend, dat soks jonkheid licht ferlaat:  
 Ik lit har eltse nacht sliepe yn in toer,  
 Dêr't ik altiten sels de kaai fan hâld,  
 Dat nimmen har ûntfiere kin dêrút.
- Proteus Wit, eale hear, hja hawwe in wei betocht,  
 Dat hy har finster dochs bekluwe kin,  
 En mei in touljedder har drage omleech;  
 Dêr is de jonge leaver no op út,  
 En dalik komt er diskant dêrmei op;  
 Dat, wolle jo 't, jo kinne him trappearje.  
 Mar, hege foarst, doch dat dan sa mei sin,  
 Dat hy net eanje kin, ik die 't jo troch,  
 Want jo ta leafde, en net út hate yn him,  
 Dreau 't my, dat ik jo ynljochte oer syn plan.
- Hartoch Nee, by myn eare, oan my fernimt er net,

Datsto my ea hjiroer de wink jûn hast.

Proteus Dêr sjoch ik Valentyn; farwol dan, hear.

(*Of.*)

(*Op komt Valentyn.*)

Hartoch Wêr sil dat sa op ta, hear Valentyn?

Valentyn As it jins heechheid haagje mei, in boade  
Stiet ree foar brieven oan myn sibben thús,  
Dat ik woe him dy no fuortdalik jaan.

Hartoch En is der gâns belang by?

Valentyn De haadsaak is neat oars as: ik bin sûn,  
En fiel my lokkich oan jins heechheids hof.

Hartoch Dan driuwt it net; bliuw dan in toarntsje hjir;  
Ik woe 't mei dy oer dingen ha, dy't my  
Rju nei gean, en dêrsto fan swije moatst.  
Do witst leau 'k wol, it wie myn winsk en jou  
Myn dochter myn freon Thurio ta wiif.

Valentyn Dat wit ik, hear, en wis, sa'n boask wie ryk  
Oan goed en eare; dêrby, d' ealman is  
Sa tige yn alles, treftich, nommel, tsjep,  
Dat grif jins dochter foege him ta wiif;  
Mar, hear, ha jo har herte al foar him wûn?

Hartoch Nee, wis net, hja is noartich, steech, astant,  
Oerherrich, ûnfersetlik, ken gjin plicht,  
Telt neat derfoar dat hja myn dochter is,  
Hâldt my net mear foar eagen as har heit;  
En, tsjin dy sein, har slim dwerskearich sin  
Hat har, nei gâns berie, myn leafde ûntkeard,  
En, wylst ik tocht hie, wat my bleau fan 't libben  
Soe bliid my wêze troch har bernesoarch,  
Haw ik no foar my naam en sykje in wiif,  
En hja kin gean nei wa't har boaskje wol;

- Har skientme sil har breidsskat wêze, oars neat,  
 Want ik en al myn goed bin neat foar har.
- Valentyn Wat woe jins heechheid dat ik die hjiryn?
- Hartoch Der is in frouwe, freon, hjir yn Milaan,  
 Dêr't ik foar fiel; mar sedich en bedêst,  
 Bliuwt hja foar myn âldmanne-stykjen dôf;  
 En dêrom woe 'k datsto my wat belearst,  
 (Want lang is my it leavjen al ûntkaam,  
 En ek, de sede is oars as yn ús tiid.)  
 Hoe't ik my hâlde en drage moat fan soks,  
 Dat my har eag'ne sinne myld beskynt.
- Valentyn Win har mei jeften, as hja 't wurd net telt;  
 Faak wint in djoer juwiel, yn swijen klearst,  
 Mear as in gysten rede, in frouwe' geast.
- Hartoch Hja wegere in presint dat ik har stjoerde.
- Valentyn O, froulju weeg'rje jit, mei 't hert yn gloede;  
 Stjoer har in oar, mar jou har nea net oer;  
 Wat hja earst fûl fersmyt, is letter djoer.  
 Sjocht hja faaks swart, it is wis net út haat,  
 Mar mear út langst, dat leafde sterker laat.  
 Al kibbet hja, ferlit har dêrom net,  
 Want diene jo 't, wyld makke har 't ferlet.  
 Wyk foar gjin nee, hoe't ek de stoarmwyn skuort;  
 Seit hja fan "Gean!", it mient dochs nea "Fier fuort".  
 Flaai, priizgje har, sprek fan har skientme' pracht,  
 Neam ingels har, al bin hja swart as nacht;  
 Gjinn man, in tonge ryk, is by my man,  
 Wint dy foar him gjin froumins neffens plan.
- Hartoch Mar dy't ik mien, is fan har folk fersein  
 Oan in jong ealman, heech fan namme en stân;

- Strang sûnd'rje hja har ôf fan manljusfolk,  
 Dat nea kin har oerdeis in man te wurd.
- Valentyn Dan joech ik my by nachttiid nei har ta.
- Hartoch De doarren binne fêst, de kaaïen feilich,  
 Dat ek by nacht komt nimmen har benei.
- Valentyn Wat soe 't, salang't men troch in finster kin?
- Hartoch Har keamer is omheech, fier fan de grûn,  
 En stiket sa fier út, bekluiwen is  
 Utsletten, foar dy't net syn libben weaget.
- Valentyn Dan soe in touljedder, fernimstich knoopt,  
 Mei in pear heakken, heftsjend by de smeed,<sup>7</sup>  
 Wol tsjinje ta sa'n twadde Hero's toer,  
 As in Leanders moed dat stik bestie.
- Hartoch Sawier ast aadlik bloed yn d' ieren hast,  
 Sis my, wêr't ik sa'n ljedder keapje kin.
- Valentyn Hoenear moatt' jo him ha? Beleaven, neam 't.
- Hartoch No dizze nacht; want leafde is lyk in bern,  
 Dat long'ret nei wat him berikber is.
- Valentyn Sân oere jûn ha jo sa'n ljedder, hear.
- Hartoch Mar hark ris: folk wol ik hjir net by ha;  
 Hoe krij ik dan dy ljedder dêr te plak?
- Valentyn Hy is mar licht, hear, en kin maklik mei  
 As men in mantel fan wat lingte hat.
- Hartoch In mantel lyk as dines koe faaks wol?
- Valentyn Jawis wol, hear.
- Hartoch Lit my dyn mantel sjen;  
 Ik wol ien fan dyselde lingte ha.
- Valentyn Och, eltse mantel koe wol tsjinje, hear.
- Hartoch Hoe draach ik dochs sa'n mantel mei wat skik?  
 Lit my dyn mantel passe, hoe't soks sit. –

In brief hjir? Wat stiet dêr? Oan Silvia?  
 En hjir sa'n ding, dat ik skoan brûke koe!  
 Dizz' kear bin ik sa frij en brek it sigel. (Hy lêst.)  
 "By Silvia rêste nacht op nacht myn tinzen,  
     Myn slaven, dy't ik stjoer, dy't nea net somje;  
 O, koe har hear sa strûze oer alle grinzen,  
     Ring wie hy, dêr't no hja ûnwittend slomje!  
 Oan dyn kein herte is al myn bried'ne rêststee,  
     Wylst ik, de kening fan dy rêde rinders,  
 Har heil ferflok, har seine fiel as lêstwee;  
 En bid om 't foarrjocht fan myn slave-tsjinders;  
 Ik flok mysels, want sels haw ik har stjoerd;  
     No tarre hja, genieters, fan myn goed!"  
 Wat dêr jit?  
     "O Silvia, dizze nacht befrij ik dy –"  
 Krekt; dêr ha wy de ljedder foar dat doel.  
 O Phaeton (want Merops' soan bisto),<sup>8</sup>  
 Woest it bestean de himelwein te stjoeren,  
 Dat troch dyn sottens lôgje soe de wrâld?  
 Woest stjerren ploaitsje, om't hja ek skine oer dy?  
 Do minne ynkringer, fuort! Unskeam'le slaaf!  
 Berykje mei dyn swiet geglimk dyn soarte,  
 En tink, myn myldens, mear as dyn waardij,  
 Gunt dy, jit sûn en hiel hjirwei te tsjen.  
 Dêr, mear as al myn geunst, meist my foar tankje,  
 Hoe ryklik ik dy oars ek foarstien haw.  
 Mar, hingest yn myn goaën langer om,  
 As datst op 't alderhurdst, yn tûzen hasten,  
 Us foarstlik hof ferlitte kinst, by God!  
 Dan wint myn grime it fier fan alle leafde,

Dy't ik myn dochter of dysels ea skonk.  
 Hjirwei! Nei dyn útwynsels hear ik net,  
 Mar ast dyn libben leafhast, seur net om! (Of.)

Valentyn Wêrom net dea, leaver as libjend folt're?  
 Want stjerre is weiband wurde fan mysels,  
 En Silvia is mysels; weiband fan har,  
 Is sels fan sels skaat, deadlike ferbanning!  
 Wat ljocht is ljocht, as ik net Silvia sjoch?  
 Wat wille is wille, is Silvia der net?  
 Of oars moat ik my tinke, hja is dêr,  
 En libje fan in skaad fan 't heechste lok.  
 As ik by nacht net by myn Silvia bin,  
 Hat foar myn hert gjin gealtsje mear muzyk;  
 As ik oerdei myn Silvia net sjoch,  
 Dan sjoch ik sels de grutte dei net mear;  
 Hja is myn wêzen, en ik libje net,  
 As net har godlike ynfloed my beskynt,  
 My leavet, hoedet en yn wêzen hâldt.  
 Gjin dea, syn hurde doem ûntflechtsje ik sa;  
 Hjir toevje, is neat as wachtsjen op de dea,  
 En dochs, hjirwei, is wei fan 't libben flechtsje.  
 (*Op komme Proteus en Lâns.*)

Proteus Hurd, hurd, feint, hurd, sykje him!  
 Lâns Hazze op! Hazze op!

Proteus Wat sjochsto?  
 Lâns Dy't wy ha woene, hat no wier gjin hierke op 'e holle, of  
 it is in Valentyn.

Proteus Valentyn?  
 Valentyn Nee.  
 Proteus Wa dan? Syn geast?

Valentyn Ek net.  
 Proteus Wat dan?  
 Valentyn Neat.  
 Lâns Kin neat prate? Master, sil ik ris huf jaan?  
 Valentyn Wa woesto huf jaan?  
 Lâns Neat.  
 Proteus Hâld op, rekel.  
 Lâns Hear, ik sil neat huffe, wier.  
 Proteus Fint, stil, sis ik. – Freon Valentyn, in wurd.  
 Valentyn Myn earen binne ta, foar goed nijs ek,  
 Safolle mins lei al beslach op har.  
 Proteus Dan bergje ik mines yn dof swijen wei,  
 Want rou is it, wanlûdich en striemin.  
 Valentyn Faaks nijs dat Silvia stoar?  
 Proteus Gjin, Valentyn.  
 Valentyn Gjin Valentyn wiswier, wie hja fertige.  
 Dat hja ús trou briek, faaks?  
 Proteus Gjin, Valentyn.  
 Valentyn Gjin Valentyn wiswier, briek hja de trou.  
 Wat is dyn nijs?  
 Lâns Hear, der is in proklamaasje dat jo fan de bon binne.  
 Proteus Datsto ferband bist, o, dat is myn nijs!  
 Hjirwei, fan Silvia, fan my, dyn freon.  
 Valentyn O, dat leed haw ik al genôch fan preaun,  
 En mear dêrfan jit, makke my oeriesd.  
 Wit Silvia al, dat ik hjir weiband bin?  
 Proteus O ja, en oan dy doem, dy't, as gjin ien  
 Him kear docht, skerp yn wurking bliuwt, hat hja  
 In see fan raande pearles, triennen, wijd,  
 Dy't streamden oer har heite wrede fiet,

Wylst hja, dêr dimmen delsiigd op har knibbels,  
Har hannen wrong, waans witens sa kein striele,  
As wiene hja no bleek woarn fan har wea;  
Mar bûgde knibbels, hannen, sa kein tild,  
Noch suchtsjen, kroanjen, sulv'rigens fan triennen,  
Rekken har ûnmeilyds'me heit yn 't hert;  
Mar Valentyn moast stjerre, waard hy finzen.  
Dêrby fergrime him har foarspraak sa,  
Wylst hja him smeekte om dylging fan de doem,  
Dat hy har stjoerde yn strange finzenskip,  
Hurd, bitter driigjend, as hja flechtsje doarst.

Valentyn Net mear, as net it wurd datst sizze woest  
In tsjoede macht hat tsjin myn libben sels;  
Is 't sa, ik bid dy, amje my 't yn 't ear,  
As einichst grêfliet ta myn einleas leed.

Proteus O, weeklei net oer watst net helpe kinst;  
Ferhelp, as 't kin, wat dy ta kleien twingt.  
Tiid bringt mei leafde en noed it goede grut.  
Ast toevest, kinsto dochs dyn lea net sjen,  
Wylst it dyn libben grif bekoartsje sil.  
Hope is de leavers stêf; tsjoch dêrmei fuort,  
En brûk him, falt dy fûl de wanhope oan.  
Dyn brieven kinne hjir komme, al bist fier;  
Stjoer har oan my; hja sille, ik stean dêrfoar,  
It sniewyt boarst fan har dyst leavest, fine.  
Der is gjin tiid foar redendielen mear;  
Ik bring dy dalik de stedspoarte troch,  
En ear't ik ôfskie nim, petearje wy  
Oer alles wat dyn leafde fierders strekt.  
Betink, om Silvia, mear as om dysels,

Wat dy bedriget hjir, en gean mei my.

Valentyn Beleaven, Lâns, asto myn feint sjochst, sis,  
Daalk moat er oan de Noarderpoarte komme.

Proteus Maat, sykje op slach om him. Kom Valentyn.

Valentyn O Silvia, leave! O, earme Valentyn!

*(Valentyn en Proteus ôf.)*

Lâns Ik bin mar in domkop, sjogge jo, mar sa wiis bin ik dochs al, dat ik myn master foar in soartemint smjunt hâld; mar dat mei hinnebruie, as er my mar net bruit. Gjûn libbene siel wit fan my dat ik fereale bin, en dochs bin ik it, mar al soene hynders my útinoar skuorre, dat skuorde gjûn ien út my, en like min wa't it is. En dochs is it in frouminske, mar hokfoar frouminske, dat wol ik mysels net ienris sizze; en dochs is it in melkfaam; en dochs is it gjûn faam, want der hat al ris in kremheinstêr oer de flier west; en dochs is it in faam, want hja is har masters faam, en tsjinnêr foar lean. Hja hat mear kundichheden as in wetterhûn, en dat is in bulte foar in sljochtwei kristen. Hjir is de kattelûk fan har eigenskippen. "Imprimis, hja kin helje en drage." No, in hynder kin ommers net mear; wat! In hynder kin net ienris helje, mar allinne drage; dêrom, hja is altyd better as in âld guds. "Item, hja kin melke." No sjoch ris, dat is in skoandere keunst yn in faam mei skjinne hannen.

*(Op komt Flink.)*

Flink Kom, sinjeur Lâns, hoe stiet it mei dyn hearskip?

Lâns Mei myn hearskip? No, dat swalket op see.

Flink Dyn âlde kwaal fan altyd: jins wurden ferkeard opfetsje.  
Watfoar nijs stiet der dan yn dat pompier?

Lâns Allegear like swart, man, sa hast der jit nea fan heard.

Flink Ei maat, hoe swart dan?

Lâns Sa swart as inket, maat.

Flink Lit my ris lêze.

Lâns O fij, do jobbe! Do kinst net lêze.

Flink Dat liichst; dat kin ik wol.

Lâns Dan sil ik dy ris hifkje. Sis my, wa makke dy man?

Flink Myn pake' soan fansels.

Lâns Do ûnletterkundige loaikert! It wie dyn beppe' soan.  
Dat bewiist wol datsto net lêze kinst.

Flink Toe no, sot; hifkje my oan dyn pompier.

Lâns Dêr dan; en lês moai, dat Sinteklaas seit: flink!<sup>9</sup>

Flink "Imprimis, hja kin melke."

Lâns Ja, dat kin hja.

Flink "Item, hja brout bêst bier."

Lâns Dêrfandinne it sizzen: "Seine fan omhegen, jo brouwe  
bêst bier!"

Flink "Item, hja kin naaie."

Lâns Ja, dat is lyk as men it nimme wol.

Flink "Item, hja kin breidzje."

Lâns En in man mei wis in bulte sok ha, as syn wiif him sa bêst  
in sok breidzje kin.

Flink "Item, hja kin waskje en skjirje."

Lâns Dat is in skoander ding, want dan hoecht hja ek net wos-  
ken en skjirre te wurden.

Flink "Item, hja kin spinne."

Lâns Neat te spinnen, neat te winnen, dat dan slagje ik oan in  
ryk wiif.

Flink "Item, fierders hat hja folle hjir net neamde goede punten."

Lâns Dêr kin men hast wol bastert-punten ûnder ferstean,  
want dy ha ek gjin kunde oan har heiten, en sadwaande  
ha hja gjin nammen.

- Flink "Hjir folgje har brekken."
- Lâns Dat dy binne de deugden nei op 'e hakken.
- Flink "Net yn it nofteren te patsjen, om har azem."
- Lâns Dat betteret dan mei it moarnsmiel wol oer. Lês fierder.
- Flink "Item, hja is slij nei swietekou."
- Lâns Dat hellet dy soere azem dan moai oer.
- Flink "Item, hja praat yn har sliep."
- Lâns As hja mar net yn har praten sliept, dan is dat sa slim net.
- Flink "Hja is stadich yn it praten."
- Lâns Wat in smjunt, dy't dat by de brekken opskreaun hat!  
Stadich yn it praat te wêzen, dat is in hiel bysûndere  
frouljusdeugd; dat beleaven, skras dat troch, en set it  
boppe-oan by de goede punten.
- Flink "Item, hja is grutsk."
- Lâns Skras dat ek; dat is it erfskip fan Eva, dat kin nimmen har  
ôfnimme.
- Flink "Item, hja hat gjin tosken."
- Lâns Kin my ek neat skele, want ik mei graach koarstkes.
- Flink "Item, hja hat meast in min sin."
- Lâns No, wat in gelok, dat hja gjin tosken hat om mei te biten.
- Flink "Item, neat smakket har sa goed as in slokje."
- Lâns As it in goed slokje is, heart dat ek sa; en smakket it har  
net goed, dan my wol; wat goed is, moat goed bliuwe.
- Flink "Item, hja is wat goederjousk."
- Lâns Fan wurden wis net, want ik ha al heard, dat dy mar min  
by har fuort wolle; en de pong, no dêr hâld ik de knoop  
wol op; mar yn oare stikken kin 't sa wêze, en dêr kin ik  
neat oan dwaan. Fierder mar.
- Flink "Item, hja hat mear hier as ferstân, en mear brekken as  
hierren, en mear jild as brekken."

Lâns Ophâlde; ik wol har ha; twa- of trijeris yn dat lêste punt hat hja mines west en net west. Dat moatsto jitris lêze.

Flink “Item, hja hat mear hier as ferstân.”

Lâns Mear hier as ferstân, faaks kin dat der wol op troch; it lid fan it sâltfet bedekt it sâlt, en dêrom is it mear as it sâlt; it hier dat it ferstân bedekt is mear as it ferstân, want it grutste bedekt it lytste. Wat komt der dan?

Flink “En mear brekken as hierren.”

Lâns Meunsterlik, meunsterlik! Wie dat der mar ôfknipt!

Flink “En mear jild as brekken.”

Lâns Dat wurd, dat makket de brekken sels oannimlik. Goed, ik wol har ha; en as it op boaskjen útrint, want neat is ûnmooglik, –

Flink Wat dan?

Lâns No, dan wol ik dy sizze, dat dyn master op dy wachtet by de Noarderpoarte.

Flink Op my?

Lâns Op dy! Ja, wa bisto? Dyn master hat wrychtich wol op better lju wachte.

Flink En moat ik by him komme?

Lâns Fleane moatsto nei him, want do hast al sa lang seamele, datst him mei rinnen wol net mear fine silst.

Flink Wêrom hast my dat net earder sein? Ferhip mei dyn minne-briefkes!

(Of.)

Lâns No kriget er grif wan foar it lêzen fan myn brief; sa'n ûnmanearlike smychel, dy't yn in oarmans geheimen omstrúnt! Ik wol him efternei, ik sil my fermeitsje as dy maat moares leard wurdt!

(Of.)

*(Yn it paleis fan de Hartoch. Op komme de Hartoch, Thurio en Proteus.)*

- Hartoch Gjin noed, hear Thurio, jo winne grif  
 Har hert wol, no't hja Valentyn net sjocht.
- Thurio Sûnt syn ferbanning hûnt hja my jit mear,  
 Steeg'ret my ôf, leit my jit slimmer leech,  
 Dat my de hope alhiel ûntsinke moat.
- Hartoch Sa'n leafde set gjin merk, allike min  
 As foarmen, snien yn iis, fan koarte hitens  
 Ta wetter teid, dat der gjin skym fan bliuwt.  
 In hoartsje, en har beferzen geast ûntlit,  
 En wei is dy ûnweard'ge Valentyn.  
 Hoe stiet it, Proteus, hat jins lânsman al  
 Us stêd ferlitten, lyk ús wytging wie?
- Proteus Ja, eale hear.
- Hartoch 't Is slim, sa nei syn gean myn dochter giet.
- Proteus Och hear, dat leed stjert mei wat tiid wol wei.
- Hartoch Dat leau ik ek, mar Thurio sjocht it oars.  
 Proteus, myn achting foar dy, dysto wûnst  
 Troch dyn fertsjinsten, dêrst bewiis fan joechst,  
 Bringt mei, dat ik no frijer mei dy praat.
- Proteus Net langer as ik trou bliuw, jins genede,  
 Begear ik 't libben, jins genede wijd.
- Hartoch Do witst, hoe't ik fan herten jerne in boask  
 Tusken hear Thurio en myn dochter sleat.
- Proteus Wis, hear.
- Hartoch Ek, leau ik, hasto der wol witten fan,

- Hoe steech hja har, tsjin wat ik wol, ferset.
- Proteus Sa wie it, hear, doe't Valentyn hjir wie.
- Hartoch Ja, mar stiifsettich fart hja dêrmei fuort;  
Hoe meitsje wy, dat hja fan Valentyn  
Har ôfkeart, en nei Thurio's leafde niicht?
- Proteus It bêste is, sprek fan Valentyn rju tsjoed,  
Dat hy fan leech komôf is, lef en falsk,  
Want yn dy dingen ha de froulj' in haat.
- Hartoch Ja, mar faaks tinkt hja, soks wurdt sein út haat.
- Proteus Ja, as in fijân soks him neijaan soe;  
Mar dêrom moat ien hoeden doele op soks,  
Ien, dy't hja foar in freon fan sines hâldt.
- Hartoch Goed, nim dan jo dat kweasprekken op jo.
- Proteus Dat, eale hear, soe ik mei tsjinsin dwaan;  
In ealman foeget sok bedriuw mar min,  
Benammen net as 't gean soe tsjin in freon.
- Hartoch Dêr't dyn goed wurd him dochs net stypje kin,  
Kin ek dyn tsjoed yn neat gjin skea him dwaan;  
Dat, in gewisse-saak kin dit net wêze,  
Benammen net, no't jo in freon soks freget.
- Proteus Hear, jo ha wûn. As dit my slagje soe,  
Troch wat ik faaks yn him te lekjen wit,  
Dan leavet hja him wis sa lang net mear.  
Mar, wjûde wy har leafde út Valentyn,  
Dat seit net, dat hja Thurio leavje sil.
- Thurio Dêrom, wyn jo har leafde fan him ôf,  
Dan, dat de tried net raff'let en ferkomt,  
Besykje en wyn dy dalik om myn spoel;  
En soks mei my te priizgjen, like heech,  
As jo hear Valentyn omlegen helje.

- Hartoch En Proteus, wy betrouwe dy alhiel,  
 Om't wy, oan Valentyn, klear murken ha,  
 Do wiest oan Leafdes tsjinst al fêst ferbûn,  
 En net opstannich bist fan aard, of wif.  
 Dat, om dy waarboarch silsto tagong ha  
 Ta Silvia; petearje frij mei har;  
 Hja is koartkearich no, wanmoedich, drôf,  
 Mar sil mei dy grif wiis wêze, as syn freon;  
 En sa kinst har belêze faaks ta hate  
 Yn Valentyn, en leafde ta myn freon.
- Proteus Wat yn myn macht stiet, hear, dat sil ik dwaan.  
 Mar jo, hear Thurio, wês fynder, man;  
 Brûk lymprikken, en fang har herte' winsk  
 Mei kleiende sonnetten, keunstich rynd,  
 Ofladen mei betsjûgings fan jins trou.
- Hartoch Ja, poëzije, himels bern, kin gâns.
- Proteus Sis, dat op 't alter fan har skientme jo  
 Jins triennen offerje, jins langst, jins hert.  
 Skriuw oant jins inket droech is, wietsje dy  
 Mei triennen wer, en stal sa rigels gear,  
 Fol fielen, dêr't folsleine leafde út sprekt;  
 Want Orpheus' lute wie mei dichters-sinen  
 Bespand; stien, stiel waard weak fan sa'n swiid lûd,  
 Mak waarden tigers, út de djipten teagen  
 Leviatans te dûnsjen op it strân.<sup>10</sup>  
 Nei al dy kleilieten, sa drôf en njoer,  
 Jou dan by nacht jo nei jins frouwe' finster,  
 Mei swiet muzyk; set by dy spyltugen  
 In djippe leedsang yn; de deadske nacht  
 Past treflik ta sa'n leafde-teare klachte.

Dat wint har herte' rykdom, of oars neat.  
Hartoch Dyn learing wiist wol út, do kenst dy keunst.  
Thurio En dizze nacht pas ik dyn rie al ta;  
Dat, leave Proteus, goede paadwizer,  
Lit ús op stûne en slach de stêd yn tsjen,  
En lju dêr hiere, yn spyljen ûnderlein.  
Ik haw in dicht, dat ús skoan tsjinje kin  
Ta ynset, lyk asto ús oanret hast.  
Hartoch Dan, hearen, oan 'e slach!  
Proteus Hear, wy stean ree foar jo oan 't jimmet ta;  
En sille dalik oer dit plan dan gear.  
Hartoch Nee, fuort dêrmei te set; ik jou jim frij!

*(Allegearre ôf.)*

## BEDRIUW IV

### TOANIEL I

*(In wâld. Op komme Valentyn, Flink, en in mennich fûgel-  
faaien.)*

1e Fûgelfaaie

Ree, mannen, ree! Dêr komt in reizger oan!

2e Fûgelfaaie

Al wiene it tsien, wyk net, mar slaan har del!

3e Fûgelfaaie

Stean, hear, en wat jo by jo ha, jou 't oer;

Oars rêde wy ús sels, en bin jo faai.

Flink O hear, dêr gean wy! Dit is heislik folk,

De smjunten, dêr't de reisb're man foar rillet!

Valentyn Freonen, –

1e Fûgelfaaie

Nee, hear, net wier: jins fijannen.

2e Fûgelfaaie

Stil, lit ús hearre.

3e Fûgelfaaie

Wis, by myn burd; dit liket in fiks feint.

Valentyn Wit dan, ik haw in bytsje te ferliezen.

Ik bin in man, dy't alles tsjinrûn is;

Dizze earme klean meitsje al myn rykdom út,

En as jim my ek dêrfan jit berôvje,  
Ha jim myn bytsje hawwen hielendal.

2e Fûgelfaaie

Wêr woen' jo hinne?

Valentyn Nei Verona.

1e Fûgelfaaie

Wêr bin jo weikaam?

Valentyn Fan Milaan.

3e Fûgelfaaie

Hoe lang dêr tahâlden?

Valentyn Sa'n sechtjin moanne; en langer hie 't grif west,  
Hie gjin lilkaardich lot my oarwei stjoerd.

2e Fûgelfaaie

Wat! Bin jo dêrwei band?

Valentyn Ja.

2e Fûgelfaaie

Wêrom dat?

Valentyn Om eat, dat my no leed is as ik 't sis.  
Ik date in man, waans dea my skriklik muoit;  
Dochs gie it manlik ta, yn iepen striid,  
Net troch in minne streek of leech ferrie.

1e Fûgelfaaie

No, til dêroer net swier, as it sa gie;  
En om sa'n ding fan neat bin jo ferband?

Valentyn Ja wis, bliid ta jit, dat it dêrby bleau.

2e Fûgelfaaie

Bin jo de talen machtich?

Valentyn Dat wûn ik fan myn reizgjen as jongfeint;  
Oars hie 'k al faak yn grutte ellinde west.

3e Fûgelfaaie

By Sherwoods fette muonts syn keale krún,<sup>11</sup>

Dy fint koe kening wêze oer ús wyld bûn!

1e Fûgelfaaie

Ja wis, foargoed; – mannen, in wurd mei jim.

Flink O hear, jou jo by har;

It is in earsum soarte tsjeaverij.

Valentyn Stil, smjunt.

2e Fûgelfaaie

Sis ús, ha jo in wissichheid, in hope?

Valentyn Neat oars as 't lot my gunt.

3e Fûgelfaaie

Wit, somliken fan ús binne eallju, hear,

Mar wylde bruiers, om in jonkheidsstreek

Dreaun út de mienskip fan mear earb're lju.

Iksels bin út Verona band, om't ik

In froumins dêr ûntfiere wollen hie,

In erffaam, en de hartoch nei besibbe.

2e Fûgelfaaie

En ik út Mantua, om in ealman, dy't

Ik, lilc en breinroer, stutsen hie troch 't hert.

1e Fûgelfaaie

En ik fan 't selde, foar sok nearzich spul.

Mar no op 't stik: dit praten oer ús skuld

Moast tsjinje ta ûntskuld'ging fan ús fak;

En om't wy sjogge, jo bin útrist mei

In feardich stal, en neffens jins ein wurd

In tale-man, en ien fan rike ûntjouwing,

Dêr't wy yn ús bedriuw ferlet fan ha, –

2e Fûgelfaaie

En wis ek, om't jo útband binne as wy,  
Faaks dêrom meast, no dit petear mei jo.  
Sei, hage it jo en hearskje oer ús as haad?  
Om fan de need in trêft te meitsjen, en  
Mei ús te libjen yn sa'n wyldernis?

3e Fûgelfaaie

Wat seisto? Wolsto diele yn ús bestean?  
Sis ja, dan bist ús aller lieder, daalk;  
Wy huld'gje dy en sille om sizzen jaan  
En heech dy sette as lieder, ja, as foarst.

1e Fûgelfaaie

Mar asto fij bist fan ús freonskip, stjerst.

2e Fûgelfaaie

Nea silsto romje op wat wy bean ha, hjir.  
Valentyn Goed, ik nim 't oan, en libje wol 'k mei jim,  
Op ien betingst: jim dogge swakke froulju  
Noch reizgers sûnder goed, nea oerlêst oan.

3e Fûgelfaaie

Nee, wy ferachtsje sok gemien, leech dwaan.  
Kom mei, dan bringe wy dy nei ús folk,  
En al de skat dy't wy no ha, silst sjen;  
Dy stiet no, mei ússels, ta dyn foldwaan.

*(Allegearre ôf.)*

*(Milaan. Op komme Proteus, Thurio, Julia, in Weardsman, Muzikanten en Silvia.)*

- Proteus Oan Valentyn haw ik al ûntrou west,  
 En no moat ik sa Thurio ferriede.  
 Wylst ik sabeare pleitsje soe foar him,  
 Haw ik foar eigen leafde tagong wûn.  
 Mar Silvia is te kein, te trou, te hillich,  
 Dat hja te keap is foar myn nearzich bod.  
 As ik lûd tsjûgje fan myn grutte trou,  
 Ferwyt hja my de falskens tsjin myn freon;  
 As 'k oan har skientme myn ûnthjitten wij,  
 Ropt hja my myn falske ieden yn it sin,  
 Om't ik mei Julia, dy't ik leave, briek;  
 En likegoed, hoe fûl har wurd my gisel't,  
 (It sêftste soe jit hope deadzje yn elts),  
 Dochs, lyk in hûn, hoe mear hy trape wurdt,  
 Wurdt trouwer jit myn leafde en krûpt foar har.  
 Mar dêr komt Thurio; nei 't finster no,  
 Dat mei ús jûnsljet wy har earen streakje.
- Thurio Wat, Proteus, bin jo ús foarútslûpt hjir?
- Proteus Ja, wurdste Thurio, jo witte it: leafde  
 Krûpt tsjinstich, as hja net rjochtop gean kin.
- Thurio Ja, mar ik hoopje, jo driuwt leafde net.
- Proteus Wol wis, hear; want oars wie ik hjir dochs net?
- Thurio Ta Silvia?
- Proteus Wis, ta Silvia, hear – om jo.
- Thurio Tank foar jins freonskip dan. Jim hearen, stim,

En dan, set fleurich yn, en sjong jim liet.

Weardsman

No, jonge gast, ik soe sizze, jo binne wat mankelyk; fertel dochs ris, hoe komt dat sa?

Julia Ei, weardsman, dat komt om't ik net bliid wêze kin.

Weardsman

Dan meitsje wy jo wol fleurich. Ik bring jo op in plak dêr't jo muzyk hearre sille, en de ealman sjen, dêr't jo nei fregen.

Julia Mar sil ik him praten hearre?

Weardsman

Wis, sille jo dat.

Julia Dat sil muzyk wêze.

Weardsman

Hark, hark!

Julia Is hy by dizze lju?

Weardsman

Ja, mar stil, lit ús hearre.

*Liet.*

Wa is Silvia? Wat is hja?

Fan al ús feinten priiz'ge?

Hillich, kein en wiis is hja,

De himel djoer bewiiz'ge;

Us bewûnd'ring komt har ta.

Is hja like myld as kein?

O, myld har herte' finens!

Leafde is ta har eagen tein,

Dêr hiele hja syn blinens,

En hy is nea fierder flein.  
Liet, nim Silvia foar kar,  
Want Silvia is in wûnder;  
Nêst har komt gjin faam oan bar,  
Sa eal is neat hjirûnder;  
Bring har krânsen, earje har!

Weardsman

Hoe no? Binne jo no jit drôviger as niis? Hoe is 't,  
feint? Is it muzyk jo net nei 't sin?

Julia Jo fersinne jo: de muzikant is my net nei 't sin.

Weardsman

Wêrom net, myn leaf feintsje?

Julia Om't er falsk spilet, heite.

Weardsman

Fan it ferkeard spannen fan de snaren?

Julia Dat net; en dochs, sa falsk, dat it docht myn hertesnaren  
wee.

Weardsman

Jo ha in fyn ear.

Julia Ja, ik woe, ik wie dôf, want dit makket myn herte têt.

Weardsman

Ik fernim wol, foar muzyk fiele jo net.

Julia Hielendal net, as it sa wanlûdich is.

Weardsman

Hark, wat in moaie oergong yn it muzyk!

Julia Ja, dy oergong haw ik sa'n lêst fan.

Weardsman

Jo woene wol, hja spilen altyd mar ien ding.

Julia Ik woe, dat ien him ek mar hold oan ien.

Mar dy hear Proteus, weard, oer wa't wy 't ha,  
Giet hy in bulte mei dizze ealfrouwe om?

Weardsman

Ik sil jo sizze wat syn feint Lâns tsjin my sei: hy hat it sa  
op har fersjoen, dat syn prikke is fol.

Julia Wêr is Lâns?

Weardsman

Syn hûn oan it sykjen, want dy moat er moarn op befel  
fan syn master, as presintsje oan syn frouwe bringe.

Julia Oan igge, stil; it selskip jout him ôf.

Proteus Gjin noed, ik sil sa pleitsje, Thurio freon,  
Dat jo it romje moatte as seldsum snoad.

Thurio Wêr tref ik jo?

Proteus By Sint Gregorius' saad.

Thurio Farwol.

*(Thurio en it muzyk ôf.)*

Proteus In goede jûn winskje ik jins ealens, frouwe.

Silvia *(Boppe.)* Tank, hearen allegear, foar jim muzyk.  
Wa spriek dêr niis?

Proteus Ien, frouwe, dy't jo kenne soene oan 't lûd,  
As jo syn herte' súv're trou ferstiene.

Silvia Hear Proteus, tinkt my sa?

Proteus Hear Proteus, eale frouwe, en wier jins tsjinder.

Silvia Wat woene jo?

Proteus Jins winsk folbringe, frouwe.

Silvia Goed, dat kin barre, want myn winsk is sa:  
Gean dalik nei jins hûs ta, en op bêd,  
Do glûpert, falsk fan ied, fan herte ûntrou.  
Tinksto dat ik sa'n bytsje djipgong ha,  
Dat my dyn flaaikjen ea fertokje soe,

- Om't dyn ûnthjitten al sa'n heap mislaten?  
 Werom do, meitsje it mei dyn leafste goed!  
 Mar ik – nachts bleke keninginne, hear! –  
 Sa fier, swar ik, wiis ik dyn stykjen ôf,  
 Dat ik om sok tsjoed fergjen dy ferfij;  
 Jit effen, en ik wurd myselme grym,  
 Om dit lyts skoftke, dat ik mei dy praat.
- Proteus 't Is wier, myn leafste, ik hie in frouwe leaf,  
 Mar hja ferstoar.
- Julia Dat koe ik leagen hjitte;  
 Want ik bin wis, op 't hôf is hja net brocht.
- Silvia Lit dat sa wêze; Valentyn, dyn freon,  
 Dy't ik myn trouwe ûnthiet, mei dy ta tsjûge,  
 Dy libbet; skammesto dy net, en kom  
 Him yn dyn skandlik oanstean sa tenei?
- Proteus Ek Valentyn is dea, ha hja my sein.
- Silvia En ik allyksa grif, want yn syn grêf  
 Rêst ek myn leafde dan; wês dêrfan wis.
- Proteus O lea, lit my dy losmeitsje út de grûn.
- Silvia Gean nei dyn frouwe' grêf; rop dêr om harres,  
 Of oars, lis dines yn har grêf terêst.
- Julia Dat hearde er net.
- Proteus Frouwe, as jins hert sa weeg'rich is en steech,  
 Gun dochs myn leafde jit ien ding: jins byld,  
 Lyk as dat hinget yn jins keamer, frouwe;  
 Dêr sil ik dan tsjin prate, suchtsje en skrieme;  
 Want no't it wêzen fan jins hearlik sels  
 In oar wijd is, bin ik in skime mar,  
 En wol 'k jins skime tsjinje mei myn hert.
- Julia As 't wêzen wie, ferryf'lesto it wis,

En makkeste it ta skaad, lyk ik no bin.

Silvia Jins ôfgodsbyld te wêzen, is my tsjin,  
Mar om't it mei jins falskens strykt, as jo  
Foar skimen bûge en drôge-foarmen tsjinje,  
Goed, stjoer my moarn in feint, dan jou ik 't mei;  
En no, rêst goed.

Proteus Lyk as ellind'gen dogge,  
Dy't mei de moarn, de boal ferwachtsje moatte.

Julia Weard, sille wy gean?

Weardsman  
O leave sei, wat wie 'k dêr fêst yn sliep.

Julia Dat hearskip Proteus, sis, wêr leit dy thús?

Weardsman  
Te mines. No, ik leau, 't is hast al dei.  
Julia Dat net; mar 't is de langste nacht, dy't ik  
Trochwekke ha, en ek foargoed de swierste.

*(Beide ôf.)*

### TOANIEL 3

*(Milaan. Op komt Eglamour en boppe, Silvia.)*

Eglamour 't Is d' oere, dat my frouwe Silvia  
Untbean hat hjir, foar 't neamen fan har doel,  
Eat fan belang, dêr't ik by stypje koe.  
Sei, frouwe, frouwe!

Silvia Wa ropt my dêr?

Eglamour Jins tsjinder en jins freon,  
Ien, dy't him ree hâldt hjir foar jins befel.

Silvia Hear Eglamour, jo tûzenris goe-moarn.

Eglamour Safolle, hege frouwe, ek foar josels.

Neffens jins wolkomme opdracht, eale frouwe,  
Bin ik sa ier hjir kaam, dat ik fernim  
Wêryn't ik, nei jins winsk, jo tsjinje kin.

Silvia O Eglamour, in ealman bisto, wier,  
(Ik flaaï dy net, dêr woe 'k in ied op dwaan),  
Fan grutte moed, meilydsum, kundich, wiis.  
Do hast der witten fan, hoe'n leavjend hert  
Ik Valentyn, de balling, jitte wij,  
En hoe't myn heit my twinge wol ta 't boask  
Mei d' iid'le Thurio, fan wa't ik griis.  
Do hast sels leave, en sizzen ha 'k dy heard,  
Gjin leed wie ea sa nei dyn herte gien,  
As doe't dyn frouwe en herte' leafste stoar,  
En op har grêf hiest iiv'ge súv'rens sward.  
Hear Eglamour, ik woe nei Valentyn,  
Nei Mantua, dêr't hy tahâldt, nei't ik hear;  
En om't de wei sa tige ûnfeilich is,  
Winskje ik dyn eabel selskip op dy reis,  
Want op dyn eare en nommel hert betrou 'k.  
Neam heite likens net, hear Eglamour,  
Mar tink om myn grut leed, in froulju's leed,  
En om it rjocht dat ik ta flechtsjen ha,  
Om my te hoedzjen foar in flokber boask,  
Fan himel en fan 't lot mei pleagen straft.  
Ik winskje mei myn hiele hert, dat fol  
Fan leed is, as de see fan banken sân,  
Datsto my selskip hâldst en net ferlitst;  
Kin 't net, hâld alles wat ik sei dan stil,  
Dat ik it weagje kin en gean allinne.

Eglamour Frouwe, jins leed begruttet my yn 't hert,  
En om't ik wit, jo leavje in goed, eal man,  
Sis ik der goed foar, sil ik mei jo gean,  
En wat my oerkomt, lit my like kâld  
As dat ik hoopje op heil en lok foar jo.  
Hoenear sil 't wêze, frouwe?

Silvia Hjoed jit, jûn.

Eglamour Wêr tref ik jo dan?

Silvia Yn Broer Patricks sel,  
Dêr't ik dan hinne gean foar hill'ge bycht.

Eglamour Jo kinne derop oan, ik kom.  
Goe-moarn no, leave frouwe.

Silvia Goe-moarn, freon Eglamour.

*(Beide ôf.)*

#### TOANIEL 4

*(Milaan. Op komt Lâns.)*

Lâns As immens feint him mâl en hûnsk tsjin him hâldt en draacht, sikersonk, dat is in swier stik; en dat ien, dy't ik grutbrocht ha fan lyts ôf oan, dy't ik rêden ha foar ferdrinzgjen, doe't sa'n trije, fjouwer fan syn bline bruorren en susters deroan giene! Alles haw ik him bybrocht, hielendal lyk as ien, dy't seit "Sa woe ik no in hûn leare." Ik waard stjoerd om him as in presintsje fan myn master oan juffer Silvia te bringen, en skraach bin ik yn 'e ytseal, of dêr stapt er my nei har boerd ta en stelt har kapoeneboutsje. O, it is wol heislik as sa'n hûn net yn alle selskip syn fatsoen hâlde kin! Ik soe ha wolle, sa te sizzen, dat ien dy't

him hielendal foar hûn klaait, dan ek sasein yn alle stikken in hûn wie. Hie ik net mear ferstân hân as hy, en net eat dat hy die, foar myn rekken nommen, dan leau ik wrychtich, hy wie dêrfoar ophongen; sa wis as ik libje, it wie mâl mei him gien; sis sels jim sin mar. Hy kringt him my dêr samar yn it selskip fan sa'n stik of fjouwer heech-eale hûnen ûnder de hartoch syn tafel; en leave minsken, hy wie dêr mar in hoartsje, doe rûkte de hiele keamer him al. "Derút mei dy hûn," seit de iene, "hokfoar meunster is dat?" seit in oar, "rânselje him derút," seit de tredde, "hingje him op," seit de hartoch. No, ik hie soks wol earder rûkt, dat ik wist dat it Krats wie, dat ik gean nei de hûnegiseler ta. "Freon," sis ik, "silsto dy hûn giselje?" "No en foargoed," seit hy. "Dan komsto him slim tenei," sis ik, "want ik die dat do-witst-wol." En hy makket der fierders gjin drokte mear oer, mar giselet my ta de keamer út. Hoefolle hearen soene soks foar in feint dwaan? Wier-wier, ik ha wol yn 't blok opsletten west foar de woarsten dy't hy stellen hie, oars wie hy terjochtsteld; ik ha wol oan de skandpeal stien foar guozzen dy't hy deadien hie, oars hie hy it mei de dea bekocht; nee, dêr tinksto no net mear om; ja, ik wit jit bêst hoesto my te fiter hân hast, doe't ik ôfskie naam fan juffer Julia. Haw ik dy ea sa in loech ôfsjoen?

*(Op komme Proteus en Julia.)*

Proteus Sebastiaan hjitsto? Lije mei 'k dy wol,  
En ik ha dalik wol wat wurk foar dy.

Julia Wat jo mar haget, hear; myn bêst sil 'k dwaan.

Proteus Dat hoopje ik. – Wat! Do sleauwe jobbe, wêr  
Hasto omhongen, no twa dagen al?

Lâns No fansels, hear, ik ha juffer Silvia de hûn brocht, lyk as

jo my hieten.

Proteus En wat seit hja fan myn juwieltsje?

Lâns No, hja sei, jins hûn wie in meunster, en dan jit dit, hûnske tank wie foar sa'n presintsje moaiernôch.

Proteus De hûn naam hja dus oan?

Lâns O minsken, nee, dat net; hjir haw ik him jo werombrocht.

Proteus Wat? Hasto dy foar my bean?

Lâns Jawis, hear, dat oare iikhoarntsje waard my op it merkeplein ûntstellen fan dat galgenies fan jonges, en doe haw ik har myn eigen fereare, dat in hûn is dy't tsienris sa grut is as jowes, dat sadwaande in nammerste grutter jefte.

Proteus Hjirwei, smjunt, en do fynst myn hûn werom,  
Of nea wol ik dy wer foar eagen ha.  
Fuort, sis ik! Wolst my nytgje, datsto bliuwst?

*(Lâns ôf.)*

Sa'n slaaf, dy't hieltyd my te skande makket!  
Sebastiaan, ik nim dy yn myn tsjinst,  
Mei, om't ik in jongfeintsje nedich ha,  
Dat mei wat oardiel dwaan kin wat ik hjit,  
Want men kin nea op sa'n sljochte olfert oan,  
Mar meast, om't my dyn antlit en dyn hâlden,  
As ik my yn dit eanjen net fersin,  
Fan foarming tsjûget, fan fertún en trou;  
Dêrom, ûnthâld it, naam ik dy yn tsjinst.  
Gean dalik no, nim mei dy dizze ring,  
Dysto oan frouwe Silvia bringe moastst;  
Dy't him my joech, hie my wol tige leaf.

Julia Jo har wis net, dat jo soks weijaan kinne;  
Hja is faaks stoarn?



Ik bin myn masters wiere en echte leafde,  
Mar trou myn master tsjinje kin ik net,  
As ik mysels net falsk ferriede sil.  
Dochs sil ik foar him stykje, mar sa kâld,  
As ik (God wit it!) wier him ôfwiiisd winskje.  
(*Op komt Silvia.*)

Dei, eale frouwe. Wiis my, bid ik jo,  
Wêr't ik mei frouwe Silvia reedzje kin.

Silvia Wat winsken jo fan my, as ik dat wie?

Julia As dat sa is, o hear dan no ferduldich  
Nei 't boadskip, dat my oplein is foar jo.

Silvia Fan wa?

Julia Hear Proteus joech it my, myn master, frouwe.

Silvia O, om in byld fan mines?

Julia Ja, frouwe.

Silvia Ursula, helje my dat byld dan hjir.

Gean, jou jins master dit; mar sis him fan my,  
Hja, Julia, dy't syn wif hert ferjit,  
Foege syn keamer better as myn skime.

Julia Beleaven, frouwe, lêse dit brief jit troch;  
O, ik ha my fersind; ferjou my, frouwe;  
Dit is in stik, dat ik net oerjaan moast;  
Mar hjir is, wat foar jo ornearre wie.

Silvia Ei, lit my dochs dat oare jitrissjen.

Julia Dat mei net, frouwe; nim 't my net kwea-ôf.

Silvia Dêr, nim 't werom!

Jins masters rigels lêze, wol ik net;  
Ik wit, hja hingje gear fan drege ûnthjitten,  
Mei nij-fûne ieden, dy't er dochs wer brekt,  
Sa maklik as dat ik dit brief teskuor.

- Julia Hy stjoert jins ealens dizze ring.
- Silvia Jit skandliker fan him, en stjoer soks my;  
Want tûzenris wol ha 'k him sizzen heard,  
Dy hie him Julia by 't ôfskie jûn.  
Al hat syn falske finger him ûntwijd,  
Myn finger sil syn Julia net bekrinke.
- Julia Hja tanket jo.
- Silvia Wat seist dêr?
- Julia Tank, dat jo har sa freonlik neame, frouwe,  
Dy earme, fan myn hear sa wûne yn 't hert.
- Silvia Kensto har dan?
- Julia Hast like goed as ik mysels ken; as  
Ik yn har leed my jou, dat doar ik sizze,  
Wol hûndert kearen haw ik dêrom skriemd.
- Silvia Hja eanet wol, dat Proteus ûntrou is?
- Julia Dat wis, en dêr is hja sa drôvich om.
- Silvia Is hja net seldsum moai?
- Julia Hja hat gâns moaier west, o frouwe, as no.  
Doe't hja jit tocht, myn master leave har,  
Wie hja by my allike moai as jo;  
Mar sûnt hja amper mear har spegel brûkt  
En 't sinne-kearend masker ôflein hat,  
Ha, troch de loft, har anlits roazen lit,  
En is har leelje-blankens heislik skeind,  
Dat hja no like swart is as iksels.
- Silvia Hoe lang wie hja?
- Julia Myn lingte likernôch; want ienris, doe't  
Wy Pinkster fierden mei rju moai toaniel,  
Beskikte it jongfolk my in frouljusrol,  
En frouwe Julia' klad waard ik mei sierd.

Dat siet my krekt sa twang, sei eltsenien,  
As hie 't yn alles my oanmetten west;  
Dat hja moat wol sawat myn lingte ha.  
En doe ha 'k tige har oan 't skriemen brocht,  
Mei't, wat ik spile, sa yndrôvich wie;  
Want Ariadne spile ik, frouwe, oerstjoer  
Om Theseus' troubrek en syn minne flecht,  
En skriemend bylde ik har sa libben út,  
Dat d' earne frouwe, rekke oant yn har hert,  
Hiel bitter meiskriemde; en wol stjerre woe 'k,  
As ik net spyljend, ien wie mei har leed.

Silvia Hja is rju tank dy skuldich, eale feint.  
Laas, earne frouwe, iensum en ferstaat!  
Sels skriem ik, no't ik oer dyn wurden tink.  
Hjir feint, dêr hast myn beurs; ik jou dy dy,  
Omdatsto sa dy leave frouwe leavest.  
Farwol.

*(Of.)*

Julia O, tankje sil hja jo, as jo har kenne! –  
In mylde en moaie frou, yn alles eal.  
Myn masters oansiik steeg'ret hja wol ôf,  
Om't myn mast'resse' leafde swier har weacht.  
Och, leafde kin nuet boartsje mei himsels;  
Hjir is har byld; lit my no sjen; my tinkt,  
Droech ik myn hier sa, ei, myn antlit wie  
Wol like leaflik as hjir harres is;  
En dochs, de skilder hat in lyts har flaid,  
As ik mysels net flaidkje no, alteast.  
Readbrún har hier, mar mines strieljend giel;  
As oan dat lyts ferskil syn leafde leit,  
Dan keapje ik my in prûk, dy't dy kleur hat.

Har eagen blau, klear blau, en mines ek,  
Mar dan har foarholle! Leech, mines heech!  
Wat hat hja dochs yn har, dat him sa lûkt,  
Dêr't ik him like goed mei troaie koe,  
Koe dat dom boike, leafde' god, mar sjen?  
Kom, skime, kom, nim do dy skime mei,  
Dyn meistikster! O libbenleaze foarm,  
Oanbidden silsto wurde, leave, patte,  
En as der sin wie yn syn ôfgodstsjinst,  
Soe op dyn plak myn sels as stânbyld stean.  
Sêft wol ik mei dy omgean om dyn frouwe,  
Dy't sa tsjin my wie; oars, by Jupiter,  
Soe ik jit dylgje dit blyn eag'ne pear,  
Datsto myn masters leafde ring ferlearst!

*(Of.)*

## BEDRIUW V

### TOANIEL I

*(Milaan. Op komme Eglamour en Silvia.)*

- Eglamour De sinne oergloedet al de westerloft,  
En 't is hast krekt de tiid, dat Silvia  
Hjir by Broer Patricks sel my moetsje soe.  
Hja komt wol; leavers komme goed op tiid,  
As hja dy net tefoaren komme alteast;  
Sa moannet har de herte' driuw ta hast.  
Dêr komt hja, sjoch; in goede jûntiid, frouwe!
- Silvia Amen, amen; no gau, goede Eglamour,  
Ta d' efterpoarte út fan it kleasterhûf;  
Ik eangje, strúnders gean myn gongen nei.
- Eglamour Gjin noed; mei trije milen ha wy 't wâld;  
En dêr wankt ús in oare, frijer wrâld.

*(Beide ôf.)*

### TOANIEL 2

*(Milaan. Op komme Thurio, Proteus en Julia.)*

- Thurio Wat seit no Silvia ta myn oansiik, hear?  
Proteus Har moed is in stik sêfter, tinkt my, hear,

Mar jins persoan hat hja jit rju op tsjin.

Thurio Faaks is myn skonk te lang?

Proteus Dat net; te klien.

Thurio Dan draach ik learzens, dat it rûnder liket.

Julia Do spoarrest Leafde nea ta wat him wearzget.

Thurio Wat seit hja fan myn antlit?

Proteus Skier, seit hja.

Thurio Dan flout it jufke wat: it is moai swart.

Proteus Pearels bin skier, en 't sizzen is fan âlds:  
In swart man is yn froulju's each in pearle.

Julia Dy pearels stekke wis jin d' eagen út;  
Earder soe 'k mines slute, as dêrnei sjen!

Thurio Hoe stiet myn praat har oan?

Proteus Min, as 't oer oarloch is.

Thurio Mar goed, as ik oer leafde en frede reedzje?

Julia Jit better, asto har mei freden litst.

Thurio Wat seit hja fan myn moed?

Proteus O hear, dy stelt hja net yn kiif.

Julia Dat hoecht net, want hja ken syn leffens wol.

Thurio En wat fan myn komôf?

Proteus Fan eal laach kamen jo.

Julia Fan swurd ta rinkelkape, o sot!

Thurio Hat hja al neitocht oer myn goed?

Proteus Ja wis; en wier, dat muoit har.

Thurio En wêrom?

Julia Grif, dat sa'n ezel dêroer giet.

Proteus Dat oaren derop wenje, en net josels.

Julia Dêr komt de hartoch.  
(*Op komt de Hartoch.*)

Hartoch Hoe is 't, hear Proteus? Thurio, mei jo?

Wa fan jim seach hear Eglamour yn 't lêst?

Thurio Ik net.

Proteus Noch ik.

Hartoch Myn dochter?

Proteus Like min.

Hartoch Dan fêst!

Hja 's útnaaid nei dy smjunt, nei Valentyn,

En Eglamour is mei har op in paad.

Wier is 't; Broer Laurens kaam har beide tsjin,

Doe't hy, from lêzend, kui're troch it wâld;

Him koed er goed; hy rette, hja wie 't ek,

Mar wie net wis, om't hja in masker droech.

Ek drige hja te jûne nei de bycht

By Patricks sel, mar dêr hat hja nea west.

Dat alles wiist der klear op, flechte is hja.

Dat, stean dêr net te praten, hearen; daalk

Op 't hynder, no op slach, en tref my by

De skeante fan de berchfoet, dêr't de wei

Lâns rint nei Mantua; dat is har doel.

Oanmeitsje, goede hearen, folgje my.

*(Of.)*

Thurio No slim, dat fanke is dan wol seldsum dwers;

As 't lok har neirint, flechtet hja derfoar.

Har nei wol 'k, mear út wrok tsjin Eglamour,

As dat ik foar dy wylde Silvia fiel.

*(Of.)*

Proteus Har nei, mar mear, om't Silvia my lûkt,

As hate yn Eglamour, dy't by har is.

*(Of.)*

Julia Har nei, mar mear, dat ik syn leafde kear,

As Silvia haatsje, dy't út leafde gie.

*(Of.)*

*(It wâld. Op komme Silvia en Fûgelfaaien.)*

le Fûgelfaaie

Kom, skik jo, frouwe;

Wy moatt' jo nei ús haadman bringe; kom.

Silvia Wol tûzen oare pleagen ha my leard

Dat ik ek yn dit lêst berêste kin.

2e Fûgelfaaie

Kom, bring har fuort.

1e Fûgelfaaie

Wêr is dy ealman keard, dy't by har wie?

3e Fûgelfaaie

Hy naam sa hakken op, dat hy ûntkaam,

Mar Moses en Valerius folgje him.

Bring do har oan de westkant fan it wâld;

Dêr is de haadman; wy de flecht'ge nei!

't Strewiel is ôfset, dat hy kin net fuort.

le Fûgelfaaie

Kom, dan bring ik jo nei ús haadmans hoal.

Ha mar gjin noed; hy hat in nommel hert;

Gjin frouwe leit er leed of ûnrjocht by.

Silvia O Valentyn! Dit alles lij 'k om dy.

*(Allegearre ôf.)*

*(In oar diel fan it wâld. Op komme Valentyn, Proteus, Silvia, Julia, de Hartoch, Thurio en Fûgelfaaien.)*

- Valentyn Wat gau is men ta wat men docht bewend!  
 Dy iens'me bosken, wyldernis fol skaad,  
 Mei 'k leaver oer as stêden, fol fan tier.  
 Hjir kin ik sitte, fan gjin minske sjoen,  
 En mei it kleiend sjongen fan de geal  
 Myn leed ferienje, njuentsjend fan myn ûnk.  
 O do dy't hjir djip wennet yn myn hert,  
 Lit net sa lang dyn swide went leech stean,  
 Dat dy net, slim ferfallich, ynstoart skielk,  
 En sels gjin oantins neilit fan wat wie.  
 Fernij my, Silvia, mei dyn hjir-wêzen;  
 Do swiete, o treastgje dyn ferlitten feint!  
 Hokfoar gerop, wat ûnrêst is dat hjoed?  
 Dit bin myn maten dy't har wil meitsje ta wet:  
 Hja sitte grif in earne reizger nei.  
 Hja binne wiis mei my; dochs is 't in toer  
 En hâld har tsjin fan wyld en grousum dwaan.  
 Tebek, no, Valentyn; wa ha wy hjir?
- Proteus Myn frouwe, dizze tsjinst haw ik jo dien  
 (Al telle jo, al wat ik doch, foar neat),  
 Myn libben weage, en jo oan him ûntskuord,  
 Dy't oars jins leafde en eare need dien hie.  
 Gun my ien mylde loaits no ta myn lean;  
 Ik kin net smeeke om in jit lytser jeft',  
 En minder kinne jo my wis net jaan.

- Valentyn In dream lyk is wat ik dêr hear en sjoch:  
O leafde, jit in setsje duldichheid!
- Silvia O heilleaze en ellind'ge, dy't ik bin!
- Proteus Jo wiene heilleas, frouwe, ear't ik kaam;  
Mar troch myn kommen glimke it heil jo wer.
- Silvia Datsto hjir kaam bist, makket my ellindich.
- Julia En my, dat hy jo siket, hieltyd wer.
- Silvia Hie my in liuw, fan hongere razen, grypt,  
Jit leaver hie 'k it bist ta moarnsmiel west,  
As dat my falske Proteus rêde soe.  
Hoe leaf ik Valentyn ha, tsjûgje it, Himel!  
Syn libben is my lyk myn siele nei,  
En likefolle (mear is 't my net moolk)  
Ferfij ik Proteus, dy't syn ieden brekt;  
Jou dy hjirwei, en fergje my net mear!
- Proteus Wat nuodlik dwaan, al stie de dea derop,  
Soe ik net foar ien sêfte loaits bestean!  
O, âlde flok yn leafdes wreed berin,  
As sa'n djip leave frou net leavje kin!
- Silvia As Proteus dy't him leavet, dat net kin!  
Lês Julia's hert, dyn earste en djoerste lea,  
Om waasto al dyn trou, dyn wierheid briekst  
Ta tûzen ieden, en net ien dêrfan  
Of hy waard falsk, doesto myn leafde sochtst.  
No hast gjin trou mear oer, ast net twa hiest,  
Dat slimmer is as gjin; gâns better gjin,  
As trou, yn 't meartal, altyd ien tefolle,  
Falsk byld fan in wier freon!
- Proteus Wa, laat fan leafde,  
Telt jit in freon?

Silvia Op Proteus nei, eltsien.

Proteus Goed, as de sêfte krêft fan leafde' wurd  
 Ta myldens jo net winne kin, dan wol 'k  
 Jo winne as kriichsman, en mei wapentwang  
 Jo leavje ek tsjin de leafde' wêzen yn.

Silvia O himel!

Proteus Twinge sil 'k jo, lyk my driuwt.

Valentyn Skarlún, ûneale wyld, dyn hannen thús,  
 Do freon fan skandlik soarte!

Proteus Valentyn!

Valentyn Untaarde freon, dy't leafde ken noch trou,  
 (En soks hjit freon!), ferrieder, min bedragen  
 Hasto myn hope; hie 'k dit sels net sjoen,  
 Nea hie ik sok ding leaud. Ik sis nea wer:  
 "Ien freon ha 'k hân," want leagen hietst it my.  
 Wa jit betrouwe, as sels jins rjochterhân  
 Falsk tsjin jins herte swart? O Proteus, nea  
 Mei ik dy wer betrouwe, al is 't my leed;  
 My is de wrâld no frjemd, en troch dyn skuld.  
 Djipst is de wûne yn 't hert. Slimst flokte tiid,  
 As freon jin fûlder treft as fijâns niid!

Proteus Myn skande en skuld benearje myn earm hert.  
 Ferjou my, Valentyn. As djip fertriet  
 Foar sok grut tsjoed foldwaande losjild is,  
 Dan bied ik 't dy; ik lij wier likefolle,  
 As ik misdien ha kin.

Valentyn Dan bin wy soend,  
 En leau ik yn dyn earlikheid fannijs.  
 Dy't net foldien is mei berou, heart net  
 By ierde of himel thús; want dy bin bliid,

En sels Gods grime wykt fan him dy't boetet;  
En datsto freonskips macht wer fielse yn my,  
Jou ik, wat mines wie yn Silvia, dy.

Julia O, wee my earne!

Proteus Sjoch, wat hat dy boi?

Valentyn Kom, boi! Kom, biis! Wat is 't? Wat skeelt dy dochs?  
Sjoch op, en sprek.

Julia O hear, myn master sei,  
Ik moast in ring oan frouwe Silvia jaan,  
En troch myn sleuwens is dat derby bleaun.

Proteus Wêr is dy ring, boi?

Julia Hjir, hear; dizze.

Proteus Lit my ris sjen. Wat no! Dit is de ring,  
Dy't ik oan Julia joech.

Julia O hear, nim my net kwea; dat wie fersin;  
Dit is de ring dy't jo oan Silvia stjoerden.

Proteus Mar hoe kaamsto oan dizze ring?  
Dy hie ik by it ôfskie Julia jûn.

Julia En Julia sels wie it, dy't him my joech,  
En Julia sels hie dy ring harren brocht.

Proteus Wat, Julia!

Julia Sjoch har hjir stean, fan al dyn ieden 't wyt,  
En djip hat hja dy warre aloan yn 't hert;  
Mar hoe faak hast har herte' grûn net kleaun?  
O Proteus, readzje soest ta dit habyt!  
Beskamje dy, dat ik sa skûl gean moast  
Yn dit ûnsedich klaad, as 't skamsum is  
Sa leafde te fermomjen!  
Want sa tinkt sedichheid: sa slim is 't net,  
Feroarje froulju 't klaad, as manlju 't hert.

Proteus As manlju 't hert! O, wier is 't! Wie de man  
Mar trou, hy wie folmakke; mar dat iene  
Laadt skande en skuld op him, sa slim as 't kin;  
Syn wifsin wykt foar leafdes wier begjin.  
Wat eals hat Silvia's antlit, dat myn each  
By súv're trou, yn Julia's net seach?

Valentyn Kom dan, lit my in hân fan beide ha;  
Lit my dit loks bûn slute en banne it wee;  
Twa sokke leavers langer tsiere? Neel!

Proteus De himel tsjûgje it: neat bliuwt my te winskjen.

Julia My likemin.

re Fûgelfaaie

Bút, bút, in rike bút!

Valentyn Lit los, lit los, sis ik! De hartoch is 't!  
Oan jins genede biedt yn ûngenede  
Hjir 't wolkom Valentyn.

Hartoch Hear Valentyn!

Thurio Ei, dêr is Silvia, dy't mines is.

Valentyn Thurio, tebek, of do omearmest Dea;  
Kom net, dêr't dy myn grime rikke koe;  
Neam Silvia net dines; as ik 't hear,  
Dan sjochst Milaan net mear. Dêr stiet hja; wee,  
Ast mei in finger nei har tale soest,  
Of kom sa nei, dat hja dyn sykjen fielt!

Thurio Hear Valentyn, ik ha gjin sin by har;  
In sot is 't by my, dy't syn libben weaget  
Foar sa'n steech bern, dat dochs neat om him jout;  
Ik lit har strike; lit har dines wêze.

Hartoch Nammerste mear bisto ûntaarde en leech,  
Asto om har sa heislik war dien hast

- En by in lyts beswier yn oarwei sjochst.  
 By d' eare fan myn foarâlden, sawier,  
 Heech sprek ik fan dyn moed, o Valentyn,  
 En weardich wiest in keizerinne' leafde;  
 Wit no, ferjaan wol ik wat slim my stiek,  
 Myn grime banne, en dy rop ik werom,  
 En earje hjir dyn seldsume fertsjinste  
 Yn dizze nije styl: Hear Valentyn,  
 Do bist in ealman, en fan eallju skaaid;  
 Nim do dyn Silvia; do bist har weardich.
- Valentyn Tank, jins genede; lok bringt my dy jeft'.  
 Lit my no om jins dochter, ien bea jit  
 Jo dwaan meie, en ferhear, wat ik jo freegje.
- Hartoch Wat it ek is, neam 't frij; do silst it ha.
- Valentyn Dizze útbanden, mei wa't ik libbe hjir,  
 Bin mannen, eal fan herte en goed fan piid;  
 Ferjou har, wat hja hjir faaks útset ha,  
 Lit har weromkomme út har ballingskip;  
 Hja ha har bettere, bin nolk en hoask,  
 En tsjinstich foar hege amten, eale hear.
- Hartoch Dyn sin silst ha; jim allegear ferjou 'k;  
 Stel do har oan, lyk ast har kend hast hjir.  
 Kom, lit ús gean, en al wat wanlûd wie,  
 Ferjitte yn noft, yn blidens, ien grut feest.
- Valentyn Dan, op ús gean nei hûs, ûntllokje ik faaks  
 Jins ealens wol in glimke yn ús petear.  
 Wat tinkt jo fan dizze ealfeint hjir, myn foarst?
- Hartoch Dy boi is wis ynnimmend; sjoch, hy readet.
- Valentyn Ynnimmend mear as boi, hear, op myn wurd.
- Hartoch Hoe sa? Wat miene jo?

Valentyn As 't haget, neam ik jo by 't fierdergean  
Wat bard is hjir, dat jo grif nij dwaan sil.  
Kom, Proteus, goede boete is 't, datsto sels  
Nei 't teltsje fan dyn leafdes hearre moatst;  
Mar dêrnei sij ús troudei dines ek,  
Ien feest, ien hûs, ien lok, fan beide dield.

*(Allegearre ôf.)*

## Ta ferklearring

- 1 Leander fan Abydos, dy't eltse nacht oer de Hellespont swom om syn leafste Hero yn Sestos op te sykjen, oant er troch in stoarm de dea yn 'e weagen fûn.
- 2 Dy't foar de galge ornearre is, ferdrinkt net.
- 3 Ferfyskers: ferklikkers.
- 4 It ferjitten fan de hoasbannen tsjut op ferealens by Shakespeare.
- 5 Elysium, by Homearus de oarde fan ivige loksilligens.
- 6 In dekstik, in klep, opfolle as in spjeldekjessen. Men koe der ek de beurs yn bergje.
- 7 By de smet: troch opsmiten.
- 8 Phaeton wie de soan fan Helios, de Sinnegod, en fan Clymene, frou fan kening Merops fan Etiopië.
- 9 Sinteklaas wie de beskermhillige fan de studearjende jonkheid.
- 10 Leviatans: wettermeunsters (Job 40 en 41).
- 11 Broer Tuck, de preester en bychtfaar fan Robin Hood, de ferneamde Ingelske strûkrôver.

### *Tafoeging fan Douwe Kalma*

Ek dit stik is in stik fan de jonkheid. John Middleton Murray hat derfan sein: “The play is a mass of buds: budding thoughts, budding feelings, budding dramatic ideas.” Wy sjogge yn Julia en Silvia de prototypen fan Viola en Olivia út “Trijekeningejûn”, yn Julia en Lucetta dy fan Portia en Nerissa út “De Keapman fan Veneesje”, yn Proteus dat fan de ferriederlike Edmund út “Kening Lear”, yn Valentyn dat fan Romeo. En de rol as feintsje fan Rosalinde yn “Nei Jim Belevjen” fynt men hjir allyksa by Julia.

It haadmotyf, ferrette leafde en freonskip, soe it stik it karakter fan in traagedzje jûn hawwe, hiene net oan 'e ein ferjouwing en fermoedsoening it ta in bliid slot brocht. Benammen de iene feint, Lâns, soarget tige foar de komyske noat.

By lêzing en werlêzing ûntdekt men ferskate tsjinstridichheden yn de “gegevens”, dy't net oan rûgens by de dichter taskreaun wurde moatte. It stik (fan likernôch 1591) is wierskynlik skansearre of ferlern rekke foar in part, en troch immen oars wer gearstald; men fynt it foar it earst printe yn de Folio-útjefte fan 1623.





